



# De frymitseler fen Jinsenbürren

<https://hdl.handle.net/1874/233720>

mm 010144

60

º. 30

Kast 160

Pl. G N°. 30

160 30

# DE FRYMITSELER

FEN

## J I N S E N B Ü R R E N.

In folksforhael,

fry biwirke nei 't Heechdūtsk fen

FRANS MICHAEL FELDER,


TRÖCH

## WALING DYKSTRA.

---

FRANEKER. — T. TELENGA.

1870.



**De Frymitseler fen Jinsenbürren.**

RIJKSUNIVERSITEIT TE UTRECHT



1894 5315

166. Q. 30.

# DE FRYMITSELER

FEN

## JINSENBURREN.

IN FOLKSFORHAEL,

fry biwirke nei 't Heechdûtsk fen

FRANZ MICHAEL FELDER,

TRÖCH

WALING DYKSTRA.

TO FREANTSJER, BY  
T. TELENGA.  
1870.





In dy efterouhoeke sen Eastenrik, dy útrent in de Algauer Alpen, het men it Bregenzerwald. Der leit twisken hege bergen in, it dorp Schoppernau, dat biwenne wirdt sen ienfaldige, nederige, ja, mar ek freeslike bikrompene mensken. It benne boeren, mar gjin goeds lik as wy se hier habbe, hwent ien dy der in stik of seis ky het, giet for in greate rike boer; de measten habbe twa of trye ky, ek wol goeds mar ien. Mei 't wirk dat der oan fest is bringe dy mensken hiar tiid to 'n ein; hwet er in de wrald to redden is, aan de oerkant sen de bergen, der hia twisken sitte, der witte de measten nest sen. As bern leare se hwet lesen en skriuwen sen in skoallemaster, dy allenne in de wintertiid onderwijs jout; in de simmer, as de skoallebern ek al mei oan 't wirk matte, den arbeidet master ek for in deiher, om 't er mei sin traktement sen sauntich gane in 't jier net ta ken. In 't godstienstige litte dy mensken hiar der bistiüre sen de pastoar en in 't borgerlike tröch de Vorsteher (foarstanner), dat is safolle as in dorpsborgemaster, en for dy hearen is 't bare nochlik, dat it folk, der hia oer steld benne, mar fiks dom is en net mei tinken pielt.

In dat dorpke nou is Franz Michael Felder opwuchszen, ek sa 'n poepeboerke en lang net ien sen de greatesten. Mar hy kipte him sen bern ou der út hiertröch, dat er, krekt as sin heit, in danigen nocht oan lesen en learen hie. Hy wier mar tsien jier ald, do er sin heit forlear, en do moast hy kostwinner wese for sin mem, dy 't net barre mocht om in boufynt to nimmen. Mar as er sin deiwirk dien hie, den siet er mei in krante of boek, dat er op de iene of de oare meneare machtich warden wier. Do

er ienkear in stikje sieppe kochte, dat biteard wier in in bled fen de Gartenlaube, — do hied er gjin rest ear 't er sa 'n boek in sin bisit hie. Mar dat moast jild kostje! As er it wirk for sin mem in order hie, den bigün er for in oar to arbeidsjen om hwet to fortsienjen; ek bigün er hwet to hanneljen in geitefellen, en sa krike er búsjild om boeken to keapjen. Ut dy boeken súchde er tinkbielden in, dy in sin dorpke alhiel freamd wieren, en do de pastoar dat fornaem warskoude dy him for sin dwase boekelieafde, dy onnut wier en ek net paste for in boer, dy net by de tafel sitte moast to skriuwen, mar sin plak hie op 't field en in 'e skûrre. Dit baette likwol net, Felder halde fol, en het it safier brocht, dat er boeken in 't liocht jowch, boeken in de trant fen romans, mar der safölle wierheid in sit, safölle djiepte fen opfetting en dichterlike forbildingskreft, dat greate gelearden en forneamde boekeskriuwers der forbaesd oer steane.

Ien fen Felder sín boeken is titels: »Sonderlinge. Bregenzer-wälder Lebens- und Charakterbilder.“ — Dat boek waerd my tastiúrd, mei 't foarstel om der in frisk forhael fen to meitsen. Earst do 'k it boek lésen hie like my dat stik wirk net to goed ta. Dat libben fen dy earmtlike boerkes der in dy Alpen, der simmerdei de »Senn“ mei sin »Alpknechte,“ mei de ky fen 't hele dorp wiken aan ien op de griene bergflakten tröchbringt, wit ho heech boppe de biwenne wrald; der winterdei de snielawinen sa gefaerlik benne, der men de múnlen aan 't drayen makket mei 't rennende wetter dat fen de bergen nei onderen sипet; dat libben forskilt safölle by 't libben fen us wolstelde boeren op ús plat en wetterich lan, dat ik tocht in 't earstoan; om dat Bregenzerwalder forhael ta in frisk om to arbeidsjen, der is gjin bigjinnen aan. Mar aan de oare kant, as ik de »Charakterbilder,“ dy Felder in dat forhael teikene het, op 'e keper biskôge, den moast ik sidse: de mensken benne oeral in 'e wrald gelik, 't is allegearre koeke fen ien dai. Ik stelde my foar in dorpke in de greidhoeke, der dominy en in wethalder of in tsjerkfaud alles sahwet bistíüre sa 't hia 't lieafst ha, en der 't folk him in alle dingen fen dy

liu stiüre lit. Sökke dorpen benne der yet wol oan to wisen ; mar meast altiid scil men in sa'n dorp ek ien of twa liu fine kenne, dy net instemme mei 't algemiene gros, dy dominy en de »Vorstehher“ de foet wol ris dwars sette en dertröch it; likke beest wirde en de wriuwpeal , der alle rudige skiep hiar oan rosse.

In sa 'n frisk dorp hab ik de personen en omstannichheden út Felder's forhael oerplante, for sa fier as ús folkslibben en maetskiplike tastanden dit talieten, — om der sa in frisk folks-forhael fen to meitsen, dat ik de namme jown hab fen : »De Frymitseler fen Jinsenburren.“ Ho goed my dit slagge is, lit ik oer oan 't oardiel fen de beskieden lésers. Ik moast it forhael ek yet gans in bitsje inkortsje ; oars waerd it boek to great, hwent boeken dy hwet heech oan 't jild renne, der kenne wy in Frislan altiid net noch keapers for fine. Derta is ús krite to lits ; bûten Frislan wirdt gjin frisk lésen, en in Frislan matte wy ta ús leedwesen ek yet altiid in hele bulle mensken oantreffe, dy rünüt sidse doare, dat se 't /risk net lëse en forsteaan kenne.

W. D.

# I N H A L D.

	BLEDSIDE.
I. Op 'e Bregge . . . . .	1
II. In de Herberge . . . . .	12
III. Korte Libbensskiednis fen de Frymitseler .	22
IV. In ongelökkige Heit . . . . .	42
V. Op 't Field en in 'e Hüs . . . . .	55
VI. Ho 't by Bartoles tagiet . . . . .	67
VII. Sape siket sin soan op . . . . .	78
VIII. Franke leart mensken kennen . . . . .	91
IX. Franke wer thüs . . . . .	107
X. Allerhanne Foroaringen . . . . .	131
XI. In Dokteresse. De Frymitseler snyt him in sin eigen knift . . . . .	142
XII. In jier letter . . . . .	159
XIII. Franke en Doue op reis . . . . .	169
XIV. Hwet er wiles thüs barde . . . . .	181
XV. Ho 't allegearre útroan . . . . .	193

## I. Op 'e Bregge.

---

As immen, dy opbrocht is in de bouhoeke of in de Walden , soms in de greidhoeke komt, den mat er it ientoanich fine , dat der ûren fier in 't rûn oars neat to sjen is as grien lân, gers en oars neat as gers. De greate keppels glansige bonte ky , dy der in renne to weidsjen, pronkje dat grien moai op, dat is wier , mar for immen , dy der net fen bern ou oan ta wend is, bliuwt it ientoanich. De litse dorpkes, faek mar in tsjerke en toer mei frouer of fiif hûsen der by, of op sîn meast in stik tsien toalve , dy der midden in dat griene lan steane, krekt as se út de sek skôdde benne, siugge der stil en deadsk út; libben en biweging is der tröch in dei net to forninnen, alteas as de bern nei skoalle benne. Allike ientoanich as de natûr der is ek it libben sen de greidboeren. Moarns en jâns meltse se de ky; borne de keallen en baergen , biredde de bûter en tsiis en in de twiskentiid giet it mansfolk, faek mar allenne de fynt, it lan út to dongbûtse, to eakkeljen, to stiensikjen, to stikelstekken of sahwet. Hia ite en drinke net op teste ûren, mar as 't de frouliu past; den smit de faem in bernehimd of in wit keassensloop op 'e skûrre en der kenne de manliu in 't lan oan sjen dat se thûs komme matte. Sneins geane se ien- of twakear nei tsjerke, bliuwe in de bûrren o koffy- of thédrinken en geane wer nei hûs. Sa giet de foar-simmer en de neisimmer to 'n ein. — Mar ! — der twisken in stiet de ongetiid. De ongetiid ! de tiid fen onrest en ongedienens, nei in mear algemiene namme de hayinge neamd. Den is de greidboer alhiel út sîn alde stap, ja, as 't er goed op wierret, den sint er him sels en sîn folk de tiid net for iten en drinken en

slepen ; en as 't er net goed op wierret, den is er kortkearich en dwarstriedrich, alderfreeslikst ! — mei ien wird : waersiik. Ek for de dorpsliu, dy gjin boeren benne, is 't den ongetiid. De bakker mat fölle mear brea bakke as oars, hwent de boeren habbe in rest freamd folk in tsienst, de kûper mat de harken en sôk spil in order meitse, de smid de forken en oar ark, de skoemaker de alte skoen: hwent al ho-fölle as in greidboer oars ek sen klompen haldt, in 't heawirk matte er skoen oan. Ferwers litse timmeliu, dy oars net dögge as kreweikes by de boeren, pakdragers en sôkke liu, — dy krye tröch de ongetiid in stilstand in hiar saken, hwent for sôk folk is de boer of de frou den net to sprekk'en, — of hia matte hiar in de ongetiid bistelle wolle — en dat dögge se den ek meast mar; hwent elk ken den by de boer oanslach krye. Sels dominy deelt mei in de ongetiid, likwol, net in de drökte, — dat is to sidsen, as er in in gemeinte stiet, lik as der goeds benne, der sin biröpbrieff him de fryichheid jowt om in de ongetiid sneins mar ienkear to preckjen, om 't it folk den sneinneimideis lieaver in goed skoft sliepe wol as nei tsjerke gean.

Jinsenbûrren is in dorp in de greidhoeke en lang net ien fen de litste, lik as blikje scil ut min forhael, dat oanfangt mei in tige reinige simmer, in de tiid do der yet grîtmannen en assesoaren in Frîslan wieren. Der kaem in bulte hea, hwent it gers wûchs dat it brûsde op dat beste greidlan, dat in de simmer wol hwet wetter forneare ken, en as 't deis net al to oerstialpich reinde wieren de mieren mar drök dwaende om it swiere hea del to slaen. Mar ho 't dat rip wirde scoe! — dat like tsiuster; hwent it wier mar alle dagen wiet en reinich. It jowch him er wakker nei oan, dat dat skoandere kostlike hea op 't lân forwirde scoe matte. It wietsjen wier krekt mei *Sint Jan* bigûn en dat wier in minne tatidig, hwent it is in ald sidsen fen de mierpoepen: as it op *Sint Jan* reint, den reint it fierlich dagen oan ien; dat wol sidse, dat er den in de tiid fen in wike of seis gjin dei soarby giet alhiel sonder rein. Der wieren wol boeren

dy dat leauden, mar der wieren ek goeds dy seyen : dat wieren mar roomske fabels, de Heare wier frymachtich in al sijn dwaen en koe waer en win listiüre nei sijn wolbihagen, sonder sen tiden en onstannichheden ou to hingjen. — Hieroan scille jimme al hearre kenne dat er ek riuchtsinnige gereformeerde liu to Jinsenbürren wennen. Ja, dat wieren se do dy tiids der meast allegearre, hwent siuch : hia hiene der in beste riuchtsinnige dominy , der se oer 't algemien follé sen halden.

Dominy Stekelband, to Jinsenbürren, koe folgens sijn birop in de ongetiid in wike of seis oanien sneins mei ienkear preekjen fry en dy frydom brûkte er ek. Der hied de man it greateste gelik oan, hwent onder de neimiddelis-preek sieten der oars al in hele boel to sliepen, der men gjin niget aan ha ken, as men bitinkt dat de mensken earst in goed waerm miel efter de knopen setten en den in ketierke renne moosten wils 't de sinne yet sa goed as op 't heechst stie. Derom ken men licht bigripe, dat in de ongetiid, as elk de hele wike lans fen de iere moarn ta de lette jün in 'e skrep wier, it neimiddelis-preekjen wol foarby koe. Mar do 't alle dagen sa reinde en der sadwaende gjin bûtenwenstige drokte wier, do liet dominy bikend meitse dat er op de earste snein in de moanne fen Julie de neimiddelis preekje scoe. Om 't elk wol forwachte dat er in preek oer 't waer halden wirde scoe, en om 't se meast allegearre wend wieren trou nei tsjerke to gean — kaem de gemeinte goed op. De preek foldie tige en 't neigebet net it minste, om 't dominy derin út namme fen allegearre mei earnst en oanhaldenheid frege om droech waer en sinneskín. Men ken 't yen hast net bigripe ho 't fierwei de measten, út tsjinnichheid in de »nye gesangen," — en út stivens mei 'k er wol by sidse, neilitte koene om mei to siongen :

»O God ! bewaar het veldgewas ,  
 Dat de akkers ons voorspelden ;  
 Het ligt als in een' waterpas  
 Op onze drassche velden.

O Gij ! die onzen kommer ziet,  
 Gebied de wolken dat zij niet  
 De landmans hoop verwoesten.

Ontsluit uw zegenrijke hand,  
 Verkwik , in onze dalen,  
 Eens weér het halfverdronken land  
 Met warme zonnestralen.  
 Geef drooge weiden aan ons vee,  
 En deel een' rijken voorraad mee  
 Van voedzaam brood voor menschen."

Dy warden ûteren doch sôlle better hwet er in hiar hert omging, as de psalmfersen, dy dominy sionge liet.

Do 't folk út de tsjerke kaem reinde 't wer tige, derom seach elk mar gau onder dak to kommen ; de bûtenbûrsters gingen nei alderwenst hier en der hinne to thêdrinken. Mar in ure oarde-heal letter waerd it droech waer , do kamen der al gau goeds bûtendoar om nei de lost to sjen en op 'e bregge roan in hiel selskipke gear. Der ging 't op in praten en kleyen oer 't waer dat it sahwet die, hwent de lost like yet lang net sun.

»Jonge , jonge ! hwet stiet it er binaud foar mei 't hea," sei Bartele Doues , in greate stevige bonkige man , dy elk op mear as fiftich jier skatte scoe , — mei in sterke houterige stemme. »Dy der salolle bilang by het as ik, mat iten en drinken forgean, der komt sa skoan hea, de mieren arbeidsje mar foart, de ongetiders longerje deis by ien om , en as 't net gau foroaret mat alles op 't lan forwirde ; 't mat al moai bislaen as de helte er fen woan wirdt. As men mei iens natûr to wirk giet, den scoe men bigjinne to tinken, dat er gjin barmhertige God mear libbet. Hy seach yet ris in de lost rûn en sei : »Der sit yet al mear wetter." Do roan er foart nei huis.

De liu dy stean bleauen halden hiar earst in poas allegearre stil, en op 't lest sei er ien : »Nou, nou, dy man het it al slim.

Al forrottet sîn hea allegearre , der hoeft er yet gjin stik brea minder om to iten ; in arbeider dy sîn deihier misse mat , het fry hwet mear misgean fen 't waer.”

»Och ja” sei in oar , »Bartele is Bartele, men mat mar tinke de man is net wiser.”

Klaes timmerman sei : »Ik hie doch tocht dat Bartele him better onder 't bistûr fen de Heare deljaen koe ; hwent as in oar him ris hwet tosoaren klaget om help fen him to kryen, den het er dalik in hele boel fromme treastwirden klear, en nou 't him sels net nei 't sin giet forslacht er der in ienen in.”

»Nou Klaes, lit dou Bartele mar in sîn wesen. Hy is in from man en hwet mear is, ek lid fen de gritenyerie. Skimp lieaver op de godloasen, dy hiar sels de skild jowe fen hiar tsjinrampen, inpleats fen op dy goede hu, dy alles op God sîn greate rekken sette , dy er nei hiar dead bitelje seil. Dat is allegearre kleare bare frommens.” — Sa spotte Sape Steketel , in bleek man , sahwet heal en heal nymoaderich klaid, dy hwet alder as Bartele like to wesen.

»Ja frommens !” sei Klaes. »Hy giet trou nei tsjerke , hy is lid fen alle kristelike forieningen en hy ken sa lang bidde dat de ierappels , dy glean hiet op 'e tafel komme, der kald en stiif onder wirde ; mar wy siugge 't nou wer hwet liu dat in 'e grûn benne. Sin soan Doue het er om sîn ondogense streken foart jage, en sîn dochter Maryke scoed er ek wol ût renne wolle, as se sa goed as hiar broer kans seach om hiar to redder ; mar hia is hast wol needsake oin er in to bliuwen, om mei de alde om to hispeljen, to bibellêsen en to psalmsiongen en to bisiikjen as in heale cent ek spoud wirde ken. Dat hiette den fromme liu !”

»Dou kenst se om min part ek wol oars neame,” sei Sape en ging sîn wegen ek. Klaes folge him ridlik gau , mar 't oare ploegje bleau yet stean. In hopen dorpsliu witte sneintojuns de tiid net better to 'n ein to bringen as mei op 'e bregge to stean, hwent op de dei des Hearen in de herberge to gean om in slok

to drinken, dat is to Jinsenbûrren net in de mode. Altiid by 't wiif in 'e hûs to sitten, forseelt ek, hwent hwet scil men altiid mei 'n oar prate? men is ommers alle dagen by 'n oar; en der to sitten as stommelingen en neat gjin nys to sjen en to hearren en neat to tinken — dat is net út to halden. Komt er den op 't lest in hûrwiif inrennen mei in sleep gûlderige en twingerige bern esteroan, den wirdt it yet minder. De goede manliu, dy op in reinige snein sa'n straffe to dragen habbe, siugge langhalsjend út nei in helder plakje in de tsiokke lôft, en 't mat algans wiet oanslaen as hia in hiele dei in de kiukhoarn bliuwe. Derom bleauen den dy liu op 'e bregge ek mar stean, al wier 't dat er al wer fry hwet drippen foelen. Om 't nimmen op dat stuut hwet nys hie to fortellen, bigûnen se mar to praten oer de man dy krekt sa by hiar wei gien wier, nammentilk Sape Stekbetel; hwent oer Klaes timmerman foel safolle net to sidsen. Elk wist wol, hy wier Klaes timmerman, dy goed jild forstienne en gans drank brûkte, mei sin wiif altiid in onfrede libbe, en 't in 'e hûs wol ris grou dwaen koe. Oer Sape likwol, dy as er der sels net by wier, al fölle de »frymitseler« neamd waerd, wier altiid wol stoffe to praten, howel ek al neat gjin nys; mar dat hoefde just ek net, hwent oan 't alte hiene se genoch. It wier altiid pleisierich as elk mar sidse koe hwet er wiste en men net jimmer ien allenne hoefde prate to litten. Sökke breggelieumeye altiid graech in wird mei sidse, en elke gelegenheid as se dat kenne en doare is hiar wolkom, wils 't hast altiid in petear hiar forsele scil, der se oars neat ta dwaen kenne as 't harkjen. Graech litte se immen in ding, dat se wol tsienkear earder heard habbe, in 't lange en brede alhiel útfortelle, as se mar útsjen, dat se sels ek yet oan 't wird komme scille en forhelje kenne honear en fen hwa se dat ek al heard ha, en hwet se deroer tsjin 't wiif sein habbe.

Hia hiene 't er nou oer, dat Sape altiid fortûnlîk west hie in 'e wrâld en ho 't him alles meiroan en best slage, howol er sin libben lang in heale frytinker west hie. Altiid wier 't him better

gien as in oar, hwertroch hy nou ien fen de rikste liu to Jinsen-burren wier. En as nou yet sîn soan Franke mei Bartele Maryke kaem to trouen , lik as 't algemiene sidsen wier , den koene dy twa in kaptael by 'n oar bringe lik as der hein noch omtrent onder de boerestan ien to finen wier. Hwent Bartele Doue scoefest , sa lang as de alde libbe , net werom komme , en den scoeheit er in sîn testament wol om tinke , lik as riucht en billik wier en foar God en de wrald to forantwirdsjen , dat er dy jonge safölle net takomme liet as Maryke , dy wrichtich wier ek mear fortsienne to habben as dy dogeneat. Hia hie de hûshalding altiid kloek en iverich bistürd , en niunken hiar heit hie se hiar halden en dragen lik as 't in bern bitamme niunken in alder , dy for hiar sparre en by 'n oar potte hie.

Do waerd er rie halden hwer de jonge liu wenje moasten; — as Bartele 't boerkjen oerjaen scoe of Sape , — of allebeide. De measteen tochten , Franke scoe wol op sîn heite spil komme. De frymitseler sîn hûs wier sa goed as ny en de lannen best in steat , hwent Sape wier in kerel dy alles kreep ha woe. Hy liet slatte en arbeidsje op 't lan , dat it lieafhabbery wier , en brûkte terpsmodder by de bult ; sa hied er fen in minne pleats in böppest besten makke. Elk seach wol in dat sîn menear fen dwaen de beste wier en de foardelichste , en in boer dy safölle jild hie as byfoarbielde Bartele , mocht de frymitseler in 't stik fen boerkjen wol neifolgje. Mar dy man hie in tsjinnichheid in alles hwet ny wier. Hy sei altiid : »Sîn heit en sin pake hiene hiar ek mei sökke nye ûtsinsels net bimoeid en hiene doch altiid goed boerke. Immēn hoefde 't in klean en kost en hûsric ommers ek net better to bigearjen as sîn alden it hawn hiene , en den hied er 't er ek net op ta to lidsen om de leste drip ut de grûn to skoerren. As men mei 't ienfaldige tofreden wier , den hie men altiid genoch aan 't jinge de Heare frywillich waechseliet.” — As Bartele der gelik aan hie of ongelik , der wieren de liu 't lang net iens oer , en wijs 't se der drok oer aan 't praten wieren , kaem Egge Blomterp der ek aan traepjen mei de lange

piip in 'e hölle. Dy man weard wol gau ris neand fen de gritman fen Jinsenbürren, to sidsen net in sijn bywesen, den, wisten de liu wol, woed er lieft by de fan neamd wirde. Hy wier net allenne alderling en aldste tsjerkfaud, mar, hwet yet mear sei, ek aldste assessor of bysitter fen 't gritenybistiür. De eigentlike gritman, in adelik hear, sonder wiif en bern, dy in ûre der fen denne op in slot wenne, wier hast altiid onpaslik, alteast as er thûs wier, derom reisge er simmerdei lölle for sijn sündheid en hûshalde winterdei meast to Leauerd. Sadwaende reste 't bistiür fen de griteny meast op Egge, en hy wier der net in bitsje permantich op, howol de siktaris eigentlik de man wier dy in wierheid it spil stiûrde. Bislynten, dy dat wol wisten, hiene him derom de namme jown fen gritman fen Jinsenbürren. Hy hie 't efkes oanheard hwet er oer Bartele sein waerd en do naem er 't wird: »Hark ris, Jimme hoeve nearne net oer to praten, Bartele het it riuchte foar; in goed boer haldt him by de streek. Hwet er het, dat bistiûrt er mei eare en lit it oan sijn bern oer lik as er 't fen sijn alden krike het. Sape Stekbetel is en bliuwt in aparten ien; hy wol altiid oars as in oar. In it tidelike giet it him goed, mar ik woe net graech mei him libje en stearre. In de wraldiske saken wol er wiser wêse as de wiiste, mar de wiere wișheid, dy fen boppen is, dy mist er, hwent onder tsjerkelike noch borgerlike oerheden wol er him deljaen. Earme stumpers en geringe liu wol er altiid helpe en tomiette komme, sa 't er beart, mar as er geringe liu, dy in hûske of in plakje grûn in eigendom ha, dat for in litse priis ouprate ken, den lit er 't net.

Elk dy op Sape tsjin hie, stemde Egge friûnlik knikkende mei, en de enkelden, dy wol hwet ta sijn eare wisten to sidsen, halden biar stil. De mensken benne oeral al fry gelik, as se mar op 'e keper bisioen wirde. In litse esteroudorpkes krekt sa goed as oan de keininglike hoven, wol elk lieft de man ta friûn halde dy 't meast to sidsen het; om sa 'n man to wille to wesen is men greach in bitsje blin en doof en stom. Dy dat net ken en net wol, wirdt it lifke beest, lik as Sape Stekbetel. Ily wier,

onder de oansjenlike, dat is de wolstelde liu, to Jinsenbürren de ienichste dy Egge Blomterp in 't iepenbier tsjinsprekke doarst. Hy hie, lik as er net skromme to sidsen, »de gritman“ (\* mei al sin greatskens en al sin dwaen en litten al lang in de lampe hawn. Hy woe net flaye en plomkestrike, ek net sjende blin wese, mar alles sjen sa 't wier, en hwet er sioen hic net forswye, howol er wiste, dat er sadwaende »de gritman“ en sin hele oanhang tsjin krige. De liu dy in bitsienningen sieten achten 't de moete net wirdich om hiar aan Sape sin praetsjes fölle to stenren; hwent hia tochten der sa oer: »Hy wier sa dom net dat er him om 't bilang fen geringe liu it bloed hiet makke; dat hy safolle oer alles to lekskoayen hie, dat wier mar om 't er yet gjin ien earepost hie, nou wie er spitich op de liu dy dat wol hiene. Oaren, dy ek nearne mei in sieten, seyen: »Dy Sape wier in carste dwarsbongeler; op alles hied er hwet to sidsen; gjin ien koe 't him nei 't sin meitse, dominy allike min as de gritman. Oansjenlike liu woed er altiid de wiukken inkorte, en dy in de onderwal sieten woed er helpe op kosten fen oaren. Nou dat koe men tinke! de gritenye of it dorp scoe him it lot fen in arbeidersjonge oantsjen, en gemiene liu hiar lestenounimme, allenne omdat Sape 't sei! Gekkepraet! As der wesentlik need en earmoed bistie, waerd er altiid al help forskaft, sonder dat Sape rie en die hoepte to jaen. Dy arbeidsje koe en woe, koe sin brea wol fortsienje, en forhongerje liet men nimmen. As him de need fen de mensken sa ter herte ging moast er se mar helpe, mar om liu dy gjin earmejild bitellen koe 't bistiuur gjin oare regels en wetten meitse.“

Sa hie Sape mar allenne dy liu op sin side, for hwaens bilang er him syanden makke, likwol ek lang net allegearre. Dy 't al weagen om 't iepentlik mei him to halden, wieren liu dy nimm'en acht sloech, skurve knapen, dy men fen hiar sels of hiar alden altiid wol hwet foar de skinen smite koe, dat hiar ta swyen

---

(\* „De gritman“, der mat men hier en in 't forfolch Egge Blomterp onder forsteaen.

brocht; derom diene se dat ek al meastentiids en der by dat  
praetsje op 'e bregge halden se hiar ek stil.

It measte forwonderen de liu hiar der oer, dat Sape de neimideis in de tsjerke west hie, hwent der kaem er oars hast net. Deroan koe men sjen, waerd er sein, dat dy greatsprekker ek al allike graech as oaren des Heeren segen oer sijn hea ha woe. »Sioed er dat fiste fers fen de hunderdtredde psalm ek mei songen ha;” sei er ien, »dy der de riuchte geastelike biteikenisse fen fetsje ken, mat fen sels in lits man foar de Heare wirste.” —

Derop sei Hans Fetscs, in lang man, in bitsje foaroerbûgd, howol yet net ald, mei in tronie dy klear útwiisde, dat er wol ris in slok dronk: »Né, Sape het dat net mei songen, ik hab er om tocht, hy seach 't wol nei in 't boek, mar hy die de mûle net op. Ik hald 't er for dat er allenne mar nei tsjerke gien is, om nei tsjerktiid de iene of de oare to treffen, dy er sprekke woe.” — Sa sei Ilans, mar dat hy sels de man wol wêse kend hie dy Sape sprekke woe, om 't de man jild fen him ha moast,— dat sei er net.

In oaren wier fen mieming: in de frygycastle gîng de jonge frymitseler yet fierder as de alte; dy Franke wier ien dy suver nearne fen witte woe.

»Ja,” sei in oar wer, »dominy het wol ris sein: dy heal en heal bistudearde boeren wirde wol gau ris nyliochners, — dat siugge wy wer aan Franke. Hy scoe ommers it studearjen ek leard ha, en der hied er licht better for past as for de bûrkery. As in boer de noas in allerhande freamde nymoadrige boeken stekt, den doocht it net.”

Der waerd wer op sein: »Sape woe sijn soan studearje litte om 't er miende dat Franke hier in 't dorp net allenne de rikste, mar ek de skerpste fen forstan en de geleardste fynt fen allen wier. Mar op oare plakken koene goeds wêse dy yet riker en skerper en gelearder wieren; derom hied er de jonge mar wer thûs halden.”

»Nou,” sei de earste wer, »Franke sîn geleardens ken him net fôlle helpe, for 't tidelike sa min as for de iwichheid. Ik ken tominsten net bigripe hwet it him jowt, as er al út de boeken wit, dat er earne in 'e wrald pikswarte mensken libje, dy elkoar opite.” Oaren foegen der by: »En dat de sinne stilstiet en de wrald omdrait lik as in krodetziel, dat wy mei busen en beammen en al, onder en hoppe aan de ierde hingje lik as de miggan aan de souder: dat benne nou dingen, — immen dy dronken en gek beide tagelik wier, scoe 't net briker bitinke kenne. En sokke dingen forhellet er aan elk, dy 't net to gek is om nei sîn praetsjes to harkjen, ta de arbeiders ta, dy by hiarres in 't wirk benne.”

»Né,” waerd der wer op sein, »sökke boekewisheid het neat om 'e hakken, der hoeve Franke noch sîn heit hiar hwet op foarstean to litten. Om in flinke kerel to wirden is Franke fiers to meager, en ho 't mei 't kaptael komme wol, der wit men yet neat fen. Of eigentlik ken men 't wol witte ho 't op 't lest útrenne maet mei liu dy sökke freamdichheden in de hölle ha, lik as Franke. As sa 'n ien in bûrkery bistiture scil flucht de boel oer de kop, lik as de wrald alle nachten, nei 't hy ûs wismitse wol. Men siucht it wol mear dat in hûshalding, dy sa bûtenwenstige hird rik wirdt ek hird wer in 't forfal rekket. Nei in by 'n oar halder komt wol ris in forbrûker, dy 't hirder ta 't slotgat útbringt as de earste 't ta de doar inbrocht het.

Egge Blomterp, dy yet trye dochters in 'e hûs hie, die de mûle ek yet ris op en sei: »Franke is, leau 'k, in 'e grûn sa 'n slim jongkerel net. Men mei er sen sidso hwet men wol, mar ik mei him tsienkear lieaver lye as de alde. As Sape der altiid net mei dwaende wier om de jonge krekt allik to meitsen as er sels is, den scoe Franke wol in goede ju wêse.”

It bigûn wer to reinen dat it easde en dertröch wieren de breggeliju needsake om nei hûs to gean.

---

## II. In de Herberge.

---

Jimme witte nou al dat er in bregge to Jinsenbürren wier en sa bigripe Jimme sen sels dat er in feart tröch roan. By dy feart lans roan de smelle dik, do dy tiids yet in modderdik. Foart by de bregge stie de herberge, dy de dik en de feart beide foar him hie. Moandeitojüns wier der altid gans drokine, hwent den lai it dorpslearskip, dat op Snits foer, foar de herberge om de bûter en tsiis in to laden, dy de oare deis aan de merk moast. Den kamen de boeren of hiar arbeiders mei weinen of ierdkarren in 'e bürren om hiar gemaek in 't skip to bringen; de tsiis moast den by de kastelein in 't esterhûs woegen wirde, en dat jowch sen sels oanleding dat de bringers eskes in de tapkeamer gingen om in hapke to nimen. Liu, dy der eigentlik neat to meitsen hiene, bitochten den wol ris in boadskippe om der ek in to rennen en in praetsje to meitsen. Sa sieten der de moandeitojüns ek in ploechje om 'e tafel, en Rinske de kasteinsdochter, of eigentlik de foardochter sen sin wiif, stie bij de tapkast om it folk to bitsienjen, do Bartele Doues der inrennen kaem, dy sonder in wird to sidsen aan 't oar ein fen de keamer sitten ging, wils 't er mei greatske minachting de eagen eskes nei dy slokje-drinkers draide. Hy easke in gleske brandewin mei süker, en Rinske, in flink jonglaem, brocht it him gau. Der ging de doar wer iepen en: »Goeden jün, allegearre mei in oar!» rop Sape Steketel, friùnlik en wol, ear 't er yet seach dat Bartele der siet. De oaren seyen him ek goen jün en do sei er: »Hwa het in piipsol tabak for my? Ik fornim dat 'k miu doase thüs bliuwe littien ha."

»Ik wol," sei Klaes timmerman, der Sape ticht by stie, en wils de boer stoppe sei Klaes: »Nou koe 't yet wol ris bislaen, as 't sa yet hwet foart wierret, dat jy jild oan 't hea fortsienje kenne, dat jy forline winter fen my krike ha." — Jimme matte bigripe dat Klaes winterdei in pear ky hie, en dus ek hea ha moast.

»Ik ben gjin handelsman," sei Sape »ik ha 't dy ounomd om datste 't oer hieste en wol oan jild ha woeste."

»Ja hoer, jy loeken der my in doarn mei út 'e foet, dat scil 'k altiid sidse, hwent gjin ien woed er my do dat jild for jaen, dat 'k do fen jo krige ha.

»Nou Sape, hier stiet wol in stoel," sei Bartele, dy 't forseelde dat Sape safolle mei dat folk praepte, wils 't hy der stilswyend allenne siet.

»Kom ja," sei Sape, en gинг tsjin Bartele oer sitten. »Rinske jow my ek in hapke, alde kost, dou wist wol. — Yet al kald en reinich hioed," sei er tsjin Bartele. »Mar wol 'k jo hwet sidse, man, »jy matte op in oar jier in almanak fen Suringar keapje, hwent dat het dit waer better redt as van den Bosch sines. Of lieaver, keapje fen elkmes ien, den komme jy gau sa fier dat jy er neat mear fen leaue hwet de almanakken fen 't waer sidse, hwent hia sidse 't hast altiid ongelik."

»Ja, jy prate hwet," sei Bartele, »mar dit heislike baergewaer hiene jy ek net forwachitte. — Jy habbe 't nou by lök raek sahwet redt."

»Fn jo helpt it neat," sei Sape laitsend, »dat jy jou heawirk alhiel end al nei 't almanak inriuchte habbe. Ik hab de gek mei söks, dat witte jy wol, mar 'k hald ek net fen sök freeslik kriten en kleyen, as 't oars rent as wy 't lieaft ha. — Leaust dou alles, Rinske, hwet in 't almanak stiet?"

»Ikke?" sei Rinske, »ik leau altiid hwet fen in ding; de iene kear leau 'k: it is wier, en de oare kear: 't is net wier."

»Dat heste 't sa slim net foar," sei Sape. »Mar wist yet wol, dat Bartele en ik hier hioed trye wike ek sieten; do sei ik sa, ik wier net haestich mei 't meanen; mar Bartele sei, hy woe foart-meitse, hwent folgens sin almanak kriegen wy in de hünsdagen reinich waer en foar de tiid droechte."

»Ja, nou wit ik it wol," sei Rinske; »der habbe jy om lake en jy seyen, in jou almanak stie 't riucht oarsom."

»Just," sei Sape. »lk ken 't my net bigripe, dat liu dy hiar forstân ha, sökke dingen leaue. As der in sinnekrips komme

seil stiet it in alle almanakken allik; sa moast it mei 't waer ek wese, as men der op oan scoe kenne."

Om de oare tafel, der se in poas stil sitten hiene, kaem gemompel, mar nimmen doarst tsjin Sape bigjinne. Hans Fetses, dy der ek by komd wier, lustere: »Hald jimme stil! lit Sape dy alte 't hier mar ris útkieme, dat mei gjin boas."

Bartele sei neat, mar hy wier al nidich, dat koe men sjen. Om him hwet tomiette to kommen, sei Rinske: »Men wit soms net ho 't mei sök ding sit; der benne ek wol liu, dy net op in moandei bigjinne wolle to meanen, om't er wol sein wirdt, dat er altiid ien ongelökkige moandei fn 't jier is."

»Ja,» sei Sape, »de liu miene hier riuchtsinnich gereformeerd to wesen, en 't bygelove fen 't alte heidendom, dat foar tüsken jier in dit lan bistie, — habbe sa yet net oulein. Men mat fens wirk dwaen as 't waer en de gelegenheid er goed for is. En, soege er der by, wils 't er Bartele skerp oanseach, as 't den altiid net gled fen de tried rent, den mat men dalik net tipelsinnich wirde en sidse: »'t Is krekt as er gjin barmhertige God mear libbet." — As dat kristlik en gereformeard is, den wit ik er neat fen."

»En 't is doch wier!» skreude Bartele en hy sloech op 'e tafel en seach as in nitelich bölle.

»Hou man, bidarje hwet!"

»Ja, wier is 't, en 't is ek gjin wonder! sa godloas en fordoarn as langer de wrald is en allegearre dy der in thuis benne. Allegearre, gjin ien útsondere! — gled gjin ien. Gjin wonder is 't, dat sids ik, dat de miette fen Gods toorn oerrennende föl wirdt, en dat er 't douhûdige menskdom straft in sin grimichheid."

»Miene jy den,» sei Sape gniskjend, »dat God lik en op-leappend wirde ken, lik as jy?"

»En leaust dou den net, dat de Heare in God der wrape is, en dat sin geriuchtichheid in fortarrend fiür is? sei Bartele," en seach Sape oan as in riuchter dy in misdediger foar het.

»Ne, dat leau ik net," sei Sape manmoedich. »God ken gjin God des toorns wêse. As hy mei al ûs earmhertich geskrip in disse binîpte wrald de hölle brckke scoe, den mocht er altiid wol lik wêse. Disse wrald mei 't hiele boase menskdom is ommers sîn wrald. En dou leaust it ommers ek dat alles nei sîn wille bart; welnou den is 't sîn wille dat it sa bart lik as 't bart."

»Der ha wy 't al!" rop Bartele, »der komt de frygeast al út de moue. Is 't net in griis om 't oan to hearren? Dou stietst hier mei de iene foet in 't gref en dou doarst er in 't iepenbier sa 'n heidenske tael út stiette. Dou biste sa bilësen, sidse de liu, witst den net hwet de skrift seit?"

»De skrift seit, ik mat ondersiikje en neitinke."

»Aste hwet faker in de tsjerke kaemste, den scoest wîs wirde dat de skrift in hiele oare biteikenis het ast dou mienste."

»Omdat dominy 't seit? Och heden! as ik op de dominys to seil gean scil, reitse 'k gled in 'e war, hwent de iene seit riucht oars as de oare. Gelökkich benne der frysinnige mannen onder dy..."

»Frysinnich!" foel Bartele Sape in de reden, — »heidensk mast mar sidse. Dy frysinnige mannen wirde sels sa drist dat se 't catechismuspreekjen neilitte, en as se de formulieren lëse, den slane se alles oer hwet hiar net noasket, en bitinke inpleats der sels hwet by. Is dat nou net grouwèlich?"

»Né, dat is lang sa dom net. Dat benne liu sen de foarutgong, en dy matte wy habbe in alles, in 't preekjen allike fölle as in 't boerkjen. Döngjen is better as bidden, dat matte de boeren mar bigripe, en de dominys ek."

Bartele helle de pong út de búse om sîn gelach to biteljen en seach krekt as er in leppelfol moster ophapt hie. Op 't lest sei er: »Nou, it is trôch alles hinne! sökke tinkbielden in de hölle to habben en dy sa mar in 't iepenbier útkreamje to doaren. En dat docht hier in man sa heech op 'e jierren, dy in goed forstan hiet to habben. — Mar ik hoef my der oars net oer to forwonderjen, dou hest altiid al sa 'n wereldsgesinde heale heiden

west. Oer din siele en sillicheid hest dy nea bikommere, mar dy altiid fortise in de tidelike dingen. Mar der wirde wol ris nuvere dingen fen forteld, host dou oan din jild komd biste, der kenst op oan. Dat mast nou sels mar witte, mar dit wit ik, dat it wier is, lik as dominy kortlin yet bipreke het. »De liu,” sei er, »dy ’t hier in disse wrald allegearre nei sin en winsk ging, hiene in de iwichheid net fölle goeds to forwachtsjen, hwent hier kriegen se fen Gods goede gaven al fölle mear as se fortsien-nen, en as se kamen to steарren, den wier hiar fonnis: »Gaat weg van my, ik heb u nooit gekend.”

De liu by de oare tafel glimken, mar Sape sei: »Wy hearre nou yet ta disse wrald, en ’t plak, der wy tröch Gods bistüür in steld benne, wiist ûs fen sels de wei hwet ûs plicht is. Arbeidsje in de boadskip: de dominys libje ek net fen ’t bidden, mar fen hiar traktament. Ik hab net sein dat bidden forkeard is, mar ’k leau wol dat ’n hopen liu der neat fen bigripe hwet eigen-lik bidden is, al miene se ’t ût de kinst to kennen. En bütен dat ben ik fen mieming: altiid mar to bidden, to leauen en to hoopjen, wils ’t men to slûch is om to tinken en to handeljen, dat bitsiüt net folle, — en dat doar ik in ’t iepenbier sidse, om ’t ik wit, dat it de pest is for de meatskippy. As Jezus in disse dagen wer op ierde kaem om de mensken to learen, den scoe ’k sorch ha dat er ek gau for in frysinnige ketter útkritten waerd, en mälle gau scoed er ’t wer to kampjen krye mei fariseërs en skriftgelearden.”

»Hy is wrichtich net fier mis,” lüstere Hans Fetse.

Bartele smiet in dûbeltsje op ’e tafel en wiles dat er nei de doar roan sei er: »Mei sa ’n forflökte godloase heiden wol ik ik neat mear to dwaen ha! — Neat mear wol k fen dy witte, — dat kenst forstean!” — Do ging er der ût en sloech de doar efter him ta, dat de romers op ’e tafel donsen.

In poaske wier ’t in de keamer deastil, en op ’t lest sei Sape: »Dat is nou doch hwet to slim. Bartele mei in from man wëse, mar de deugd fen ’t geduld het er yet net, en dat is foar in menske in ongelök, in disse wrald al. En as elke deugd ta de

al geande wei mear op him sels , mar immen hwet jild op rente  
to jaen, der ging er fölle gauer ta oer as Bartele, dy as in echte  
alderwetsche boer , sin jild mar lieafst in 't laedsje halde woe.  
En om 't de liu nou it net lieafst by Sape bidearre woene, en ek  
net tsjin hiar mieming prate, sūnen se swyen it beste.

Mar krekt as in kat, dy sunk op 'e plaat sitten bliuwt, as er  
folk in 'e hūs is , mar op tafel springt , sa gau as de keamer  
leech is , en de molkkop omreaget , en alles ousnoeit , mei ien  
wird in hele boel kattekwea útfiert, sa bigūnen ek de liu in de  
herberge op Sape sin eare en goede namme los to gean, sa gau  
as hy de hakken ta de doar út hie. En do waerd er den ek sa  
goed ouheuvele , dat er net in goed hier mear oan him hie.  
Klaes timmerman wier de ienichste dy him derta net meislepe  
liet ; hy halde Sape sin wal op , mar al hied er der tsienkear better  
slach fen hawn , as er hie , dat scoe doch net fölle hölpen ha.  
Rinske hie in heislike mier oan dy swetsery , bia kipe jimmer  
ta 't fenster út , as se hiar stiefaer , de kastlein , ek fornaem ,  
mar hy kaen net opdaegjen. Hie redde de boel hwet op , do  
ging se ris ta de keamer út ; do se wer kaem hiene de manliu  
't yet al oer Sape , derom woe hia bisiikje as 't praet ek op  
hwet oars to kryen wier. Derom sei se : »Wolle jimme de  
krante ek lèse ?, dy leit hier yette.” — Né, dy hiene se allegearre  
al lèsen. — »Hwer 't dy brief weikomd wèse mei ?” sei Rinske  
wer ; »'t wier krekt as 't skrift my net oneigen wier. — Mar né,  
dy ik mien scoe net oan Sape skriuwe.”

»Och heden !” sei Klaes, »de heale wrald skriuwt him brieven ;  
mei alle gelearde liu het er gemienskip. »Ja, dy man , der het  
gjin ien forstan fen. Ik koe jimme wondere dingen fen him for-  
telle, as 'k it dwaen woe. Ik hab wol ris brieven by him op 'e  
tafel lidsen sioen, dy sa studenthaftich en fornaem skriuwn wieren  
dat sliuchtwei liu, lik as wy, der neat fen lèse koene.”

Rinske sei laitsend : »Dat scille wol brieven fen 't geriucht  
west ha , sökke kråget omke inkeld ek , mar den giet it my lik  
as Klaes, ik ken der net wiis út wirde.”

»Dy nuvere brieven , dy Sape kriget , dat benne goeds sen de frymitselers,” sei Jan Skearder mei'n eigenwiis glimke.

Jan Skearder , dit mat ik efkes sidse , wier in permantich ke-reltsje, hwet lits sen stik, mar hy stied er for bikend dat er alle »goede” boeken lèsen hie en hele preken fen bûten koe , en ek bysondere kindich wier in olde historis. Hy hie in olde Jozefus, in Martelersboek en in *Kerkelike Geschiedenis* sen Foeke Sioerds : dat sei al hwet ! en der liet it mantsje him hwet op foarstean.

»De frymitselers,” sa practte Jan fierder , »habbe 'n skrift op hiar eigen hân, dat bûten hiar gjin menske lèse ken. Dat matte se ha , om hiar spil geheim to halden ; hia habbe elkoar fölle mei to delen , der se tsjin nimmen hwet fen útlittemeye.”

»Hwet benne eigentlik frymitselers ?” sei Rinske , »der ken 'k net by.”

»Dat leau ik in ienen fanke,” sei Jan, »en lei permantich de hinnen op 'e knibbels. »Ik ken dy der al hwet fen sidse. Alle liu prate oer de frymitselers , mar fregeste immen : »Hwet benne frymitselers ?” Nou ja, den wit gjin ien it. Mar ik leau al dat 'k er hwet fen wit. As men fölle in 'e bocken omnoasket den wirdt men fen alles wîs en ken men , as 't wêse mat , gelearde liu to reden stean. De frymitselers, Rinske, dat benne mensken dy aan gjin God leau, en omgong mei de divel ha.”

»Ho mat men 't oanlidse,” »sei Klaes timmerman, »om omgong mei de divel to kryen ?”

»Nou ja, dat bist dou nedich to witten, Klaes. Dou wierst er licht neat to wiis ta, om der ek ta oer to gean , as men dy sei host it onderlidse moaste. As ûs maet dy den mar genoch riksdael-ders taskikte, dat seoe dy passe. Mar ik seil oppasse en sids 't net ; ik wol gjin forantwirding op my lade ; wy prate der mar net mear oer.”

»Nou kom, Jan Skearder,” sei Klaes wer, »hwet hoeft wer sa op to swetsen ? Dou kenst er neat fen sidse , hwent dou witst it net. Mar om mìn part hoeft er ek neat fen to sidsen, hwent ik leau er doch nen bit fen.”

»Scoe ik er neat fen witte ? Nou kom !' sei it kribbige kereltsje mei in stemme dy men ût sa'n prop net forwachtsje scoe. »Sa goed as der ien is wit ik it , dat alle frymitselers de dîvel net persoanlik kennen leare, mar as se hwet mei him habbe to dwaen, den natte se hiar by de greatmaster forfoegje, of ho 't sa'n kerel oars ek hiet," —

»Hwa is dy greatmaster en hwer wennot er ?"

»Dat wit ik nou Godtank net. Der mast Sape mar nei freegje, hy scil 't dy wol sidse kenne, as er wol. Dit ken ik er dy yet fen sidse : hia habbe der ek in Moses en in Aron en in Jozua en in Kabel by, en de berch Sinai, de twa stiennen tafels en 't gouden keal en al dat spil komt er by to pas. Ik hab in ald skriuwn boekje, dat is oukomstich ût mîn pake hûshalding ; in broer fen mîn beppe het it skriuwn , 't scil , tink ik wol hûnderd jier ald wêse, mar 't jiertal habbe de mûsen der ou fretten. As 'k hier ris wer kom scil 'k dat boekje in 'e bûse stekke en 't jimme foarlëse. (\*)

(\*) Dat ald skriuwn boekje hab ik ek in mîn besit; for de aerdichheid lit ik de inhâld hier wîrdlik folgje as in bydrage for de kennis fen 't jinze onder „t folk" forhelle wirdt fen de frymitselers. „Brief van De vrije metselaars gevoelens Wegens haaren Godsdienst. Te bekomen Voor Een halve Schelling. Hier hebje Een klaar Berigt van de vrije metselaars gevoelens, dit is van een gewesene vrije Metse-laars in het ligt gegeven die 14 Jaar onder haar geweest is, en in die tijd dat hij onder haar was, heeft hij Frankrijk en Engeland doorgereisd, en overall Bij de vrye metselaars verkeerd; op het laats is hij te Amsterdam gekomen en daar hebben zjj in verscheide schepen bij malkanderen geweest, zoo dat hij wel geschikt Is Om hier een klaar berigt van te geven, het is een Engelschman maar te londen heeft hij zijn vrije metselaars gevoelens aangenomen; het was In de stad in het huis van den Heere Fielding in de herberg de Swaan, hij was doe 24 Jaar oud sijn Naam Is Thomas wolson; daar hij zijn gevoelens zouden aanmenen; doe werde hij eerst in een duister kamer geleid, Deuren en vensters werden wel gesloten, en doe werd een doek voor zijn oogen gedaan dat hij niet konde Zien ; en een die nam hem bij Derhand en die leide hem in de kamer driemaal in het rond en dan moeste hij op haar spreken zijn voet op een besondere wijze oplijgen en zijn hoofd Buigen en in die tijd hoorde hij zoo een geraas Boven zijn hoofd dat hij werde er van verschrikht het was of er twe degens kruisweegs over malkanderen gesroken werde, en voelde ook besondere bewegens in dit tijd onder zijn voeten; waardoor dat hij genoodzaakt was om zijn voet op die

»Scoe Sape wrichtich wier sa'n ien wèse?" sei er ien.

»Sa'n ien wèse?!" sei Jan. »Wel wis is hy sa'n ien. Gjin forstannich sliucht wei menske kriget in sin libben sa'n kaptael

tijt, op te ligten Als zij spraken ; en doe wierd Hij weer in een andere kamer geleid ; en de doek voor zijn oogen weggenomen, en doe een tavel voor hem gezet ende daar wied een Boek opgelegt, om zijn naam daar in op te schrijven en drie kaarsen werden er op gezet ; en twe degens met een moker waar door dat hij vrij wat ontstelt wierd, en dan moeten zij eerst eeden onder malkanderen doen om te bezweren dat zij haare gevoelens nooit aan geen mensch mogen open—bare met mond Nog door geschrift, die den oed verbreekt die moet lijden Dat zij hem de keel afsnijden en de oogen uitsteken en de borst doorstoten ende het hart uit het lichaam scheuren, ende de ingewande uit den buik halen; en die tot Assehe verbrauden, opdat er geen gedachtenisse van sulk een over blijft. En als dat gedaan hebben dan werd 'n zij als een broeder aangenomen ; en dan werde haar witte handschoenen aangegeven, en dan werd haar en troffel aangeven met passer en een winkelhaak ; en een schietlood en een schootsvel werd haar voorgedaan En dan werd haar een Examen Geleerd, dat zij weten hoe zij in alles hebben gedragen, waar meede dat zij het aan malkanderen betonen dat zij onder de vrije metselaars behoren ; als zij in de tempel komen dan werden de voeten 7 maal opgeligt waarmede dat zij het tekennen geven dat zij 7 trappen hoog moeten , en de voeten die moeten kruiswegs over malkanderen gezet worden, de regter voert eerst voor, daar zijne twe oppassers in zijnen huis die moeten wel opletten Of een ieder Die merktekens Wel op zijn tijd vertoont die er vereischt worden, Anders Mogen zij er niet ingelaten worden daar werden dan Drie Slagen gedaan met en moker en dan moet een ieder driemaal in de handen slaan, en roepen dan housee housee hou-ec en als zij dat alles op zijn tijd weten te doen , dan werd haar vriheid geven en dan hebben zij en merkteken onder malkanderen aan haar duim en de voorste venger die houden zij winkelhaaks wijze en hij toont veel meer Kenmerken waaraan dat zij kenbaar zijn onder malkanderen in het hoedafnemen en winddrinken maar mij dunkt het is niet weerdig om meer over sulke omstandigheden te schrijven daar is noodig wat plaatse over te blijven om de regte grond ook aan te tonen, hij verklaard wat dat gereedschap betekent met i der stuk toont hij het aan haar met en precies leven , gelijk als een ieder weet, dat een passer een winkelhaak en een schietlood daar toe gebruikt word om alles krekt en effen te maken, Maar Die verklaaring is het mij niet weerdig om te schrijven , want daar door kan een eenvoudig minsch verleid worden dat zij mene dat hare gevoelens zoo vervoechelyk niet zijn als het inderdaad is maar u zal ik de vermaard boek heb gevonden dat er nog wat klaarder over schrift, daar verklaard de vrije metselaar waarom dat zij vrije metselaars genaamd worden , dat is zegt hij, om dat zij haar in alles vri kennen , Zij erkennen geen god die de gereformeerden voor god erkennen , dat noemen zij natuur hij toont het ook aan dat zij sulke

by elkoar as hy; hy het doch op 't lest neat meer forstan fen boerkjen as in oar. Gjin ien ken der by ho 't er oan al dat jild komd is. En as men him mar ris praten heart, den hoeft men net

grulijke eeden onder m'ilkanderen moeten doen in het aannemen van haar gevoelen daar turken en heidenen voor schrikken en beven, maar hij toont hoe gerust dat hij nu zijn eed kan verbreken, die hij selve gedaan heeft om dat hij nu siet zoo lang als hij zijn eed niet heeft verbroken, zoo lang moet hij de godheid verloochenen, want zij stellen onder haar vijf personen na zijn schrijven verder kan ik u hier niet in onderregte ik ben selve onkundig in deze gronden ik geef het aan een ieder zijn oordeel over, want mij beweegt om hier over te schrijven wensch ik u in het vervolg aan te toonen de eerste van de Vijf Personen die noemd sig selfs God en de tweede Moses en de derde Aron en de vierde Josua en de vijfde Caleb en de eerste die sig selfs God noemd, die gaat staan op een hoog verhevene Trap die sij voor de berg Sijnei houden, En hij heeft twe Stenen tafelen Daar de wet op geschreven is, en zijn hand, en de tweede die zij moses noemden die gaat dan ook na boven na die gene die sig God noemde, dan staat Aron, Josua en Caleb benede aan den trap en de derde die Aron genaamd word, Die maakt dan benede een kalf en de vergadiring die bid het aan de vergadiring die werden de kenderen Israels genaamd, en dan geeft die boven Staand die sig selfs God noemd Die twe Stenen tafelen aan moses en als moses dan de wet Heeft ontvangen zoo klemt na beneden en als hij dan siet dat de vergadiring het kalf aanbid, zoo Laat hij de twe Steenen tafelen Vallen en hij bestraft haar en Aron, en de vergadiringe verzoeken Mozes om voor haar te Bidden bij de geene die Zig Zelfs god noemt dat de Zonde haar vergeeven mogen worden, en dan komt die genoemde god Van Boven af bij de vergadiring En Zegt dat 't Haar Vergeeven is dat Zij nu maar moeten Eeten en drinken en Vrolijk Zijn waar op dat de vijf personen met de vergadiring te samen eten en drinken tot Walgens toe en dan verkiezen Zij en donker vertrek om haare Gruwelen die te Beter uit Voeren maar die gruwelen die zijn te vervoeilijk om ze opebaren; en eider kan wel dinken dat haare gevoelens niet veel besonders is om dat Zij het niet willen opebaren Want een ieder komt met zijn gevoelen voor het Ligt, Het mag weezen wat het wil zij zeggen dat de Bijbel Niet Anders in zig behelst Als mijne of natuurlijke liefde Daar uit kan en ieder wel uit denken hoe bandeloos dat zij leven en zij soeken nog ongegronde voorwintselel Bij te brengen om haare gevoelens te bevestigen; haar dunkt Als haare Gevoelens zoo gruwelijk waaren, dan souden zij wel gestraft worden dat zij op een ander maanier sterven maar om dat zij sterven gelijk Als Andere menschen, Dat is bij haar een bewijs dat zij het regt hebben en haar Twede wereld geweest Is, En ten derden om dat er soo vele Grootten tot desen gevoelens Overgegaan en daar hoor ik nu overal veel spraak van dat het meeste onder de groten sijn menig een die weet niet hoe dat bij Sijn Tijd in Wellusten sal doorbrengen en ten vierden, dat zij zoo goed voor den Aron Zijn want de Rijken die moeten

mear in bistan to stean ; hy leaut ommers aan gjin God; hy leaut aan neat."

»As er omgong my de dîvel het," sei Klaes, »den scil er der doch wol aan leauwe, scoe 'k tinke."

»As jy der jimmeroan sa nuver in slane," sei Jan, »den ken men net redenearje."

De oaren namen it for Klaes op en seyen, men mochten doch wol ris in frage dwaen as der ien hwet to binnen skeat. Dat Klaes sei wier de planke lang net mis ; it mocht wol ris oerhandele wirde as immen, dy sîn siel aan de dîvel soarkeapet, aan God noch neat leauwe ken. Sa hassebassen se yet hwet foart, mar op 't lest wieren se 't oer ien ding wer iens : Sape mocht wêse hwet er woe, mar hy offere sîn sieleheil op aan it tidelik bilang."

En doch wier de man, der se altiid safölle oer to lekskoayen hiene, gjin skelm of dief en ek gjin woekerer ; hia wisten hiem as 't er op aan kaem, gjin oare ondogensheden nei to jaen as dat er gjin gelove hie en gjin menske nei de eagen seach.

Dat Sape gjin boer wier fen 't selde hout as de oare boeren in sîn krite, scil de lêser al út sîn eigen reden opmirken ha. Ik wol jimme hwet neyer mei de man bikend meitse.

### **III. Korte Libbenskiedenis fen de Frymitseler.**

Sape heit wier in earme timmerman, of lieaver mar sa'n soege knuseler, dy sîn brea fortsienne mei 't meitsen en forkeapjen fen skeppen, lôddefiemien, forkestokken, terskkneppels, spinpijen, stoven, sinteklaesgoedsformen for de bakkers en al sök spil. Der stied er freeds to Leaurd mei op 'e merk en tiisdeis to Snits, en

---

de Aron onderhouden die onder haar zijn en Als de rijke geen Nabestaande vrienden hebben, dan moeten Zij het maaken dat haar goed na haar dood aan haar gemaakt word dit syn nu de gronden die Ik u hier in het kort by malkanderen heb geschreven, op dat een ieder het beter konde bekomen, die eerste Gronden van Thomas Wolson Die heeft hij selven geschreven." D.

den swalke er ek wol, as 't op 't lidlichst wier, mei in siou fen dat goed by de husen lans to soarkeapjen. In de wanling neamden se him altiid Franke Spinpiip; sin fan wier oars Stekbetel. Dat wier gjin bidriuw om er grote stikken mei oer to winnen en it foel him wol ris sūr, hwent hy wier hwet gnorrich fen bisteant. Ienkear do er yet fynt wier, mar al sa tröch it lan su-tele, om 't er sin heit jong forlern hie, en sin mem net fölle for de kostwinning dwaen koe, do wier 't ris bard, dat er in adelik slot soarby kaem, der krekt dy deis in pear trouden. Dat wier der in trein fen moaye rīdtugen alhiel nuver, der stie in sierlike earepoarte, 't wier allegearre grien en blommen en flaggen, en al 't folk uit de omkrite wier op in bien om 't jonge pear to sjen. De earme kneppelsiouer hinge tsjin in hikke oan, wils 't de prachtige wein him soarby ried, der in jonker in siet nest sin moaye jonge breid. »Hwerom», sei de siouer, wils 't er de sek wer op 'e rech bûn, »hwerom ben ik ek net in sa 'n prachtich hûs to wrald komd, der 'k opwaechse koe in weelde en oerfloed? Hab ik dat minder foartsienne as dy fint dy der sa moai in dy wein sit?» Hwerom het God him sa rik makke en my sa earm?» Hy mimere der oer om in ein oan sin earmoed to kryen, mar hy wist er gjin wei op, hwent hy wier lits en swak nei sin alderdom en der wier nimmen dy him sin lot oanteach. Derom woed er bissukje as God him ek helpe woe, en hy kocht in lotbrieske for sin sūrfortsinne jild. Mar God holp him net, sin briefke foel uit mei neat. Dat makke him danige mismoedich; God hie him sa maklik helpe kend en hie 't doch net dien. »Nou siuch ik,» sei er by him sels, »dat God my earm en ongelokkich bliuwe litte wol, en tsjin sin wille ben ik net opwûchsen.»

Fen dy tiid ou siet it him mar fest in 'e hölle dat er ta 't ongelök in de wrald komd wier, dat tinkbield koe gjin dominy him ouprate, en dat forlamme sin wilskreft alhiel end al. Mar do sin mem forstoar moast er him doch wol in bitsje to skrep sette. Hy moast immen ha dy him bilappe en biwosk en sin keamerke nou en den hwet himmele. Sin earste oanfal wier derta by sin bûr-

man de skoenmaker, en dy sin dochter Griet woe dat wirk wol op hiar nimme.

De skoenmaker bie twa greate jonges in 'e hûs en twa fammensbern; dy koene 't mei hiar slioueren altiid lang net lik fine, mar tsierden soms as hingers. Derom stie Griet er sa onder: as se in goed plak krye koe, den woe se der wol ût. Mar hia wier net sterk en wol gau ris bûten order, derom koe se net best tsienje, en nou kaem it hiar net foarkeerd foar orn Franke Stekbetel mar to biloeren, den hie se doch in ienen in eigen hûshalding. Griet wist it libbensfiûr in him oan to blasen, hy krike sin oan hiar en waerd in hiel oar menske. De diakens en dominy woene him it trouen ouriede, hwent hia tochten, as der ris gans in hûsgesin sen kaem, den wier Franke gjin kerel om der de kost for to winnen, en den koe 't in great biswier for de diakenye jaen. Mar hy liet him in dat stik net riede en liede, hy woe Griet mar ha. Hia trouden; mar 't dûrre net lang of Griet rekke oan 't sukkeljen en 't earste jier al jowch it sa 'n lyen en geheuker, dat Franke de moed alhiel wer nei de hakken sakke, en hy leaude grit dat er sint Jobs tiden gjin ongelökkiger menske op ierde libbe hie as hy. It like wol, sei er, dat de flok op sin hûs lai, hwent Griet bilibbe der ek neat as ellende. Hia koe tige spinne en breidsje, der hie se in hiar aldershûs wol ris goed hwet mei foartsienne, en by 't trouen hiene Franke en hia der ek op rekkene, dat hia hwet mei fortsienje scoe. Mar och heden! der kaem sa'n bitsje fen. De man koe mar skritte en arbeidsje en faek sîn wiif ek yet bi-oppasse en him mei de hûshalding bimoeye, as hia bûten order wier. En ek al wier Griet by tiden ridlik by 't spil, den libben se yet net lökkich togearre, hwent alles hwet se die kaem hiar sa biswierlik en slim foar, dat se altiid siet to kleyen en kreunen en suchtsjen. Dertrôch waerd hy wer sa flauwoedich en swiersettich, alhiel mal, en sîn dageliks deuntsje tsjin hiar wier: »Ik doch safölle as ik ken; dou mast mei de fortsiensten safier sjen to kommen as 't mogelik is en dy stil in din plak deljaen. Dat iwige

jammerjen en stinnen en grinen makket it yet binauder as al it oare."

It tredde jier fen hiar trouen wier 't lökkichste. Griet wier mar selde onpaslik, hia krike wer sin en nocht aan hiar wirk en wier altiid wol to moed. Sa waerd Franke ek wer rommer om 't hert, en do sijn wiif him in de wike foar pinkster de eagen útstrik mei in jonge soan, — do song er de sneintomoans in de tsjerke: »Dit is de dag, de roem der dagen," ens. sa luid, dat alle liu de earen opstieken. Hy stelde him al foar ho 't dy jonge him mei in jier of hwet in 'e hannen komme scoe by sijn wirk; al hwet mogelik wier en onmogelik seach er al wit ho fier foarút en sijn wiif bilibbe do hiar nochlikste en lökkichste tiid. Better as alle tröchwise mannen biwiisde hia do dat in feste wille ek oan in swak ligchem kreft en dregens jaen ken, sa lang as se beide biswijke. Mar deroer bikommert de wrald him net. Dat die Franke ek net; hy hie sijn wille der mar oan dat sijn wiif safölle oars werden wier. Der wier er bliid mei, net allenne for him sels, mar ek for de litse Sape. Dy fleurige jonge jowch heit in bulte wille, en hast alle moandeitojünen tóge er sijn soan nei de kastleins esterhüs om 't bern op de greate tsiisskealjen to weagen, sa graech woed er witte hofölle de jonge in in wike of fiertsien dagen wer oanwoan wier.

Sape wier en bleau in ienichst bern, en dat wier in ding fen bilang, mei 't each op sijn folgjend libben, — net omdat hy de ienichste erfgenaem wèse scoe fen 't jinge sijn alden kamen nei to littien: hwent dat waerd in bitsje; — mar mear omdat dit yet al in boel infloed útoefene op sijn aerd en bistean. Lenlings bern, al wirde se ek fen de alden net bidoarn, benne altiid hwe oars as goeds dy in 't selskip fen forskate broerren en sisters opwúchsen benne. Onder in stikmannich sisters is de aldste allicht ris minder bernlik en gauer hwet aldwiviger as de oaren. Dat scil der fen denne komme, dat hia fen lits oan mear mei greate mensken omgien het, en der fen praten en alles leare moaste, wils 't de oaren fen elkoar leare en mei elkoar as bern

babbelje en omgean. In ienichst bern is nou net for in tiidlang, mar in sin hiele opwaechsen onder greate mensken; hy is tröch in tiid sinniger en onbrüksumer as oaren, dertröch ken er mei oare bern sen sin aldens meastentiids min oer wei. As 't him aan list en kreft ontbrekt om oare bern to bihearskjen, den jowt hy him wer onder greate mensken, of hy siket it ien of 't oare der er allenne de tiid mei kerte ken.

Dit leste lai nou bysonder in 't aerd fen Sape. Do hy op 'e bürren bigün to rennen en by oare jonges kaem, waerd er al gau in »malle jonge“ neamd; by 't bortsjen wier er sinnich en dwars, en sa waerd er gau by alle ploechjes oustegere; soms krike er snieballen of mödderkluten efternei. In 't earst ging er den wolis nei de timmerwinkel of de smitte om der hwet tiid to 'n ein to bringen, mar der woene se sa'n carmelius bern ek altiid net ha to in 'e wei stean, foaral net as foarnamer bern der ek wëse woene. Mar thüs hie de jonge ek gjin tier; mem wier saek net goed en klage dat er tofölle spil útjoweh, en heit wier altiid neargeastich, hy jeusele by de dei lans dat alle lesten en biswieren op him oankamen. Hy moast skippe en klaue fen de iere moant ta de lette jün, om it nedige to winnen, en koe him net fölle mei de húshalding bimoeye. Den moast Sape boadskiprenne en ierappelskile en mear sök soarte fen wirk dwaen. Do er in eintsje hinne kaem bigün er ek to skrobjen en to himmeljen, en do bilibbe sin mem al wer nochliker dagen, as do Franke deis by hiar in 'e hûs omkreunde.

De mem kaem to forstearren en dat naem de jonge him fölle neyer as de heit. Dy wier eigentlik bliid in sin hert dat er fen hiar ontlestge wier, om 't hia fortsienne hast neat en koste yet al fry hwet. Líkwol onderfün er gau dat hy mei wijs in gûne of siif yet sa fier net wist to kommen as sin wiif by hiar libben, en Sape moast hast alle dagen fen sin heit hearre, dat er in mage hie as in boarnamer, en dat it wol goed wést hie, dat sin mem him mar mei nomd hie nei de himel, den hie heit hier op ierde ek yet ris hwet better dagen ha kend.

Simmers wist de jonge him wol to reden, den socht er wirk by de boeren en fortsienne al gau de kost; mar winters moast er nei skoalle, en den ginde heit hin nauerned de tiid om hwet to learen. En doch hie Sape tige nocht aan learen; hy siet fölle in de boeken, faek wol as in oar lai to sliepen. Mar hy kaem niunkelitsen sa fier dat er ek hwet oars leare moast. Franke woe him mar in sijn eigen handwirk opliede, hwent dat wier de foardelichste wei, mar der hie de jonge net fölle sin oan; heit klage altiid, sei Sape, dat dat sa 'n skriel bisteant jowch, derom woe hy lieaver hwet oars. De heit, dy 't just net ontbrick oan kreft om to dildsjen en to dragen, mar wol oan moed om in oare wei in to slaen, — sei den: »Hwet wotte, jonge, en hwet kenste? Dit is in wichtige frage, der kenst op oan. My het God nea helpe wollen, ik wier in earmeliu's bern, en mei de lottery bihelle 'k neat. 'k Ha sorch dat er 't mei dy neat better foar het, oars hied er dy net as min bern op 'e wrald komme litten. Derom hwet kenste, as God dy net helpt? Neat kenste as mei din forkearde bigripen dy sels yet earmer nietse. Mienste dat ik in min jonge jierren lökkige dagen hawn ha? Allike min as dou, mar nimmen freget er nei hwet men lieafst scoe wolle; heukerjen en hongerlapjen is us foarlan in 'e wrald, derst dou, frees ik, ek net sen ontkomme scitte."

De jonge, dy hwet better op sijn eigen kreft fortroude as de heit, kamen sökke reden wonderlik foar, mar alles hwet er der tsjin sei wier om 'e nocht. It is slim to sidsen hwet er einlings oanfange scild hie, as net kort der nei sijn heit, nei in korte siikte, komd wie to steарren. Hy hie in oantroude omke, dy in ein der sen denne wenne, en in wolstelde timmerman wier, en dy fun goed om de jonge by him to nimmen. It hüske, dat yet net forkocht hoeftde to wirden, waerd oan arbeidersliu forhierd, en Sape forliet it plak, der er as bern borte en ek yet al manlich nochlike ûrke bilibbe hie. Fen Sape sin foaritsjen hie nimmen in 't dorp misgean. Soms as de liu dat hüske foarby gingen brochten se hiar de nuvere jonge yet ris to binnen, dy soms alhiel menskeskou like to wesen

en soms ek wer biustere ûtlitten wêse koe: mar al ridlik gau wier er alhiel forgetten. Hy forgeat likwol sîn bertepnak net sa gau, al wier 't ek dat it him net oan nye onderfiningen ontbriek. It lyen en de earmoed, de siikten en tsjinspoeden, dy er der mei bilibbe hie, en ek elke friûnlîk wird, elke lieafdetstienst, stiene in sîn gehûch sa fest as in in stiennen tafel kappe. Hy woe rik wirde, hwent hy seach dat in rike for alle lesten biwarre bleau, en oeral for de beste en de wiiste tröch ging, derom wier 't allenne for in rikeling mogelik, nei sin en wille to libjen, earme forskovelingen to helpen, of in goed wird for hiar to spreken. Hy koe in Jinsenbûrren yet forskate, dy mei him in earmoed opwûchsen wieren, mar gjin omke hiene dy hiar in handwirk leare koe. »En for in rike boer, tocht him, wier 't doch sa maklik om immen to helpen. Ho gau wier der tûsen gûne by elkoar to kryen, om de iene of de oare oan 'e gong to helpen, dy net wit hwet er oanfange scil om 't de earmen him to kort benne. Immē doch dy 't sa rom het dat er helpe ken en safolle forstan bisisit, dat er oaren, dy ek wol helpe wolle, der ta de wei wîse ken: o! sa 'n ien is greater as de greateste en mat lôkiger wêse as de lôkkichste.”

Sape wier in friûn fen lësen en by sîn omke fûn er in heap boeken, dy de man fen sin wiisheit erfd hie, mar net fölle acht sloech. Sape brocht de tiid dy er for him sels hie, meast mei lësen tröch, en om 't er mei neitinken pielde, krike er tinkbielden in 'e hölle dy ouwikten fen de tinkbielden dy algemien in de maetskippy in swang wieren, dy de mensken fen elkoar oernimme en for echte munt halde, om 't se der net oer neitinke, en om 't se best mei hiar sinnen en bilangen oerienkomme. De man, dy for in tritich jier ût de wirken fen de beste dichters sommigen fen de moaiste stikken by 'n oar socht en dy mei 'n oar in ien boek útjoweh, scil net tocht ha dat in timmerlynt in in lits dorpke fen de friske greidhoeke, der de lange sneinen mei wille in tröchbringe scoe. Sape kocht sels ek wol ris in boek en graech mocht er sökken lye dy teikeningen ût it dorpslibben bifetten, al hindere

't him wol dat derin it dorpslibben hast altiid to moai en to lieaflik foarsteld waerd. Hy wier fen miening : »It libben wier oeral sa lik as de mensken en bysonder de reddrayers it makken. Dorpsliu wieren koeke fen 't selde dai as oare liu, al mochten se de liu, dy mar selden mei dy mensken hwet to dwaen krye, hiel oars foarkomme. Sa 'n ien seach it boerefolk meastal in de sneinse klean, in 'e sted of op dorpsmerken, as se wol to moed, ja soms utlitten fleurich benne. Krekt sa 't se benne siucht men se in hiar hûs en in 't dageliks wirk, mits den matte se net witte dat er immen op hiar past. En 't alderbeste leart immen se kennen, dy in steat is om se elk op him sels to hearren en nei to gean. In riuchtskepen man, dy dat dwaen koe en hwet infloed hie, scoe fölle goeds onder hiar utriuchtsje kenne. Dy ienfaldige liu doch lieten 't ear hingje nei de praetsjes fen elke fine potskipper of marsekreamer of fen in omrenderswiif dat hiar for dokteresse utjowch ; hweroni scoene se den ek net harkje wolle nei de forstannige wolmienende reden fen in biskaefd man? Derom, tocht him, scoe sa 'n man nearne safölle goeds stichtsje kenne as in in stil op him sels lidsend dorpke. En hy fun 't net mear as billik, dat men fen söks hwet mear die for in stand fen hwaens arbeid eigentlik de hele maetskippy libje moast.

Sa tochte Sape en hy kaem al niunkelitsen sa fier, dat er him sels for de biskae!de man halde, dy sa 'n greate woldwaner for in hiel dorp wirde koe. Ja, hy spegele him sels foar, dat, as 't him slagje mocht om in wolsteld man to wirden, den woed er der wirk fen meitse om ienfaldige mensken to onderriuchtsjen en to liedien ; earmen en sökken dy der om lye moosten en forongelike waerden, woed er tröch help en goedlwaen aan him forbine en sa stelde er him scar dat er in man fen biteikenis scoe wirde kenne.

Mar Sape lies sonder order allerhande boeken tröch elkoar en ek wol faek goeds, dy him eigenlik to heech roanen, dy er net goed ietsje koe, om 't er net noch ut 'e grün op fen alles leard hie, dat er nedich west hie om sökke drege kost fortarre to ken-

nen. Dertröch wier er eigentlik net op 'e riuchte wei om echt knap to wirden, howol er sels fest leaude fen wol, en de flayeryen fen de timmersynten, der er der mei omgäng, sterke him in dy miening. Hia wieren allegearre dommer, alteas fölle minder bilesen as hy, hia seagen by him op as in wonder fén wiſheid, hy fielde him fier boppe hiar forheven en waerd nuvere great in sín eigen eagen, likwol net greatsk en minachtsjend niunken sín maten. Hy wier net allenne bilesen mar ek flink in sín wirk en jimmer grappich en kortwilich derby; alle timmersynten mochten Sape, dy alles wist en koe, graech lye, en hy spile onder hiar de rol fen in gelearde. Sin oardiel oer allerhanne saken, ho iensidich as 't soms ek wése mocht, koe nimmen tsjinsprekke. Sa learde er de lekken en brekken fen sín witnis net gau insjen, en 't is gjin niget, dat er him foarstelde ho moai as 't wése scoe, as 't him ris barre mochte om ienkear, krekt as nou onder de timmersynten, letter onder de dorpsliu to hearskjen, en as de wiiste fen allen der mei to skrippen om de mensken wiser en better en him sels wiid forneamd to meitsen. Jawis! dat scoe alderhearlikst wése.

Sape wier de warberste en deunste onder alle timmersynten. Hy lei him op jildoergarjen ta, om as 't mogelijk wier, hwet wirde to kennen in 'e wrald. Boer to wirden, dat like him al-тиid goed ta. Stil to libjen en neat to dwaen as hwet for tiid-kirting, dat foel, al scoe 't him barre meye, net in sín smaek. Do er sahwet fiftsien jier tröchbrocht hie by sín omke, — in libbenslustich man, dy rom fortsienne en rom tarde, — kaem dy to steарren. Sape pakte alles by'n oar hwet er sines neame koe, klean, boeken en jild en gíng wer nei Jinsenbürren. Jild hied er al aerdich hwet oerpotte, en koed er yet hwet by erve fen sín omke, — dat dea-earm wier er net mear. Hy hie in dy fiftsien jier allerhanne omstannichheden bilibbe, hwent sín omke naem ek wol kreweyen aan fu de freante; sadwaende hie Sape grif' salolle leard as der ien wier; mar in de kinst om mei mensken om to gean — de ienichste kinst dy mannichien in de freante laert, — om him to skikken en to ploayen nei

elk en ien, om hier hwet oer to sliuchtsjen en der hwet ta to jaen, — in dy kinst hied er 't net fier brocht. De baes en de synten hiene him altiid for in wonder fen wisheid halden, in him leaud en op him fortroud by alles hwet er sei. Mør om 't er fen bern ou aan wend wier om ienlik en for him sels to libjen, kaem er net fölle in selskippen der ek liu kamen dy him freamd wieren, en as dat for in inkelde kear al ris barde, den waerd er fen alle onbikenden as in freamde bihandele sa lang as er tröch snedige en grappige setten, der er altiid mar tige rinsk mei omsmiet, de hiele boel aan 't laitsen brochte. Goeds dy hwet op hiar lea hiene, of hwet apart wieren en hiar net to goed mei de mûle redde koene, waerden skostich for sîn finnige ûtfallen en myden him. Swyen achten hia 't forstan-nichste tsjinoer sa'n fint »dy mar plomp wei elk flak foar de kop sei ho 't er oer him tochte, en dat den in grap neamde, om 't de gekken der om laken.“ De jonge timmersynt, dy fry naem om oer alles sîn miening to sidsen, like fölle earsuchtiger as er eigentlik wier; hwent by al sîn bilesenheid, sîn witten en kennen, seach er doch him sels net foarby, en liet er him tröch de lostûtery fen 't domme folk net weislepe. Hy steurde er him net fölle aan as 't ris barde dat sîn praten en dwaen nearne bytal fûn. De oertsinging, dat er 't riuchte foar hawn hie makke him altiid sterk enoch om him oer krinkingen hinne to setten, en sa benne de liu net, dy fol earsucht en inbielding sitte.

Ont dy sneins ta, do wy Sape for 't earst op 'e bregge praten hearden, wier er, tsjin alle skimp en spot oan, al fry hwet de selde bliuwn, mar de lust om de learnaster en lieder fen sîn dorpsliu to wêsen, wier him gans in bitsje forgien. Soms koad er 't yet net litte om »wirden — in 't san to skriuen,“ en derby stelde er him den aan as immen dy sîn best docht om to laitsen wils 't er him in finger ounomd wirdt.

Greater wille hie Sape licht in sîn libben net hawn as de hope dy him oandreau op de reis nei sîn bertepnak, en him de tiid forkorte. Net it tinkbield dat er nou mei de wolstelde liu

op ien line stean en achte en eard wirde scoe, mar 't foarûtsjen, dat er nou earst riucht bigjinne scoe to libjen en to arbeidsjen, spile him trôch de hölle, do er de tsjerke en toer fen Jinsenbûren wer in 't each krig. Sin oankomste in 't dorp wier neat oars as oars. In dei mannich waerd er hwet oer praten en fierder bikommere niemuun him mear oer de fynt. Mar do er al mei de tiid lannen en grûnen bigûn aan to keapjen en dy mei ré jild bitelle, do loek er de vandacht fen de riken en makke de ouginst fen de earmen geande. It praetsje wier al gau: »dy fent scoe fen 't boerewirk en de téhandel net fölle forstan ha," mar hy jowch er blikken fen dat er derin just gjin stumper wier. Do seyen de alte liu, dat se 't foarhinne wol opmîrken hiene, dat er in boer in dy jonge stike, mar hia hiene for 't jild dat hy bistelde aan grote plakken min lan, doch lieaver in bitsje hâwn en dat goed. Minne grûn waerd by 't einsluten doch altiid diûr. It like Sape likwol foardeliger ta om sin jild in grûnen to stekken, der hwet aan to fortsienjen falle koe. Hy liet de liu prate hwet se woene en lake der in him sels om, dat sin handelingen hiar mear höllebrekken kosten as him sels.

Hy liet sin hûs fortimmerje, dat it hast alhiel ny waerd, en do waerd er onder de geringe liu »de man in 't ny hûs" neamd, mar onder de riken iensfaldich Sape Spinpiip, — dat wier in bynamme dy sin heit ek altiid dragen lie. Mannichien, dy mei sin lits bidriuw nauerneed aan 'e kost komme koe, hied er spit fen dat er ek net, krekt as Sape, in de freamdte tein wier, om jild to fortsienjen, en dy spit waerd ûtere trôch skimpen en smeulen op Sape. Hy fornaem wol, dat er de earmen to rîk wier en de foarnamen to gemien, mar sa faek as er dat klokje fen ouginst liedien hearde, den lake er en sei: »Jild en biskaving regearje de wrald, en ik doar my mei beide by elk sjen litte. Hia meye my mei ûls-eagen oansjen, as ik trôch de bûrren ren, by gjin ien scil de tsjinnichheid in Sape Spinpiip sa great wêse, dat er my de doar wise scoe as ik om sin dochter

kaem." — Dat wier nou wol in permantige tael for in soan  
 sen de earme Franke Spinpiip, mar der wier doch net fölle tsjin  
 in to bringen. Oeble Reitses, ien sen de rikste boeren, hie 't  
 Sape ommers al faker as ienris in 't lange en 't brede út 'n  
 oar set, dat as hy boerkje woe, den paste him neat better as in  
 goed wiif, dat in de boerkery opbrocht wier en flink bûtermeitse  
 koe. Mei 'n hûsfroufaem, sei de man, wier 't kleare lyen; hy  
 hie 't sels onderfün, hwent hy hie sîn wiif forlern do sîn twa  
 fammensbern yet net mansk enoch wieren om 't spil oan to pak-  
 ken. Mar nou wier er 't hoekje to boppe, hwent sîn jongste,  
 dy fölle by biar omke wier, mar alle dagen thûs komme koe as  
 't nedich wier, dy wier 't wirk allike goed tabitroud as de aldste.  
 En sîn aldste dochter Fyke, dat wier ien, dy in 'e hûshalding  
 op fiouren bislein wier, en in 't bûtermeitsen! den mochten der  
 goeds wêse dy 't allike goed koene as hia, mar better gjin ien.  
 As in oar simmers in de waerme dagen de bûter ta 't fet út  
 roan, den hie hy se altiid sa stevich as klai. Fyke hie ek al  
 faker as ienris gelegenheid hawn ta trouen, mar 't wier hiar net  
 allike fölle oan hwa se hiar forhinge; hia hie tige hiar forstan  
 en seach út hiar eagen." Dat de boer sa biuster fen sîn eigen  
 dochter spriek, dat stie wol hwet sleau, mar Sape sloech it doch  
 net in 'e wîn. Hy wist wol dat hia allenne om 'e nammie in  
 hoerepleats crfd hie fen hiar moaike, der se nei neaend wier;  
 dat Fyke in wirkesel in de hûshalding wier. Derom naem er  
 't bishût om dy faem ris op to siikjen, lîkwol net dalik to fryen;  
 earst mar ris in boadskipke by de boer meitse en ris nei him ta  
 to thedrinken, tocht him.

Fyke wist wol ho let as 't wier, do se Sape op in neimiddei  
 op hiar hûs takommen seach, en hiar heit sei: »Witste hwet!  
 dy bîfsynt wol dy net allenne sjen en hearre, mar dy ek in de  
 kaert loere, en de hûshalding trôchsjen, ho'st alles in order heste;  
 wês mar goed op dîn xepenst." — »Bitrou my dat mar ta!" sei  
 hia, »lit him alles mar trôchnoaskje sa 't er wol, hy scil neat

gjin ongedienens fine." Jimme matte bigripe, dat hia der net sy fen wier om de synt oan 'e han to kryen en in sin ny hûs boerinne to wirden.

Sape hie, sa lang as er wer to Jinsenbûrren wenne, mar wakker skript om sin bûrkery in 'e es to kryen en sin lannen to forbetterjen; derom wieren de measte liu fen tinkbield, dat hy, krekt as hia allegearre, oer neat oars prate koe en ek oer neat lieaver prate woe as oer bûrkjen. Fyke wier ek sa fen miening, en by de thêtafel die hia hiar best om, — as 't pas jowch of net, mei to praten oer ky en molke en bûter, oer gers en hea, ja sels oer dongjen en ierdriden en allerhande manliu'swirk. En den liet hia him jimmerwei fiele, dat hia alles fölle better wist as hy, om 't hia fen bern ou in de bûrkery opbrocht wier en hy net. Dat smakke hia al net riucht. By 't einsluten bipraette de aldboer dat it wol in beste saek wier as immen in goed oer-lids hie en hwet oanpakke doarste, mar tofölle moast men der net op steune. Hwet it wîrdich wier om in flinke familie to habben, dy yen altiid stipe om oeral in 't bitrou to bliuwen, en in tiid sen need ien mei rie en die bystie, — dat koe gjin menske bigripe, dy der gjin onderfining fen hie. Derom koe Sape neat better dwaen as him to forbinen oan in knappe familie, dat seoe sin oansjen forheegje, sin wolseart stipje en bifestigje.

Sökke reden noasken de synt alhiel end al net. Hy tochte: ik hab it út my sels safier al brocht en ik scil 't hoopje 'k yet wol fierder bringe, jimme rie en onderriucht scil 'k hoopje 'k net brek wêse, en my oan jimme siûr to waermjen, der ben 'k ek net fen thûs."

De tsienstfaem, in knap fanke, mar earm, siet er ek by do de boer sa prætte, en hia weage 't to sidsen: »Nou, my tinct Sape scil 't spil wol ridlik tabitroud wêse, 't het tominsten blichen dien dat er tükernoch wier om tröch eigen krest to forkryen hwet oaren al habbe sa gau as se in 'e widse lidse."

De boer en Fyke seagen dy faem oan as se hiar der tröch nimme woene, tomeare om 't se seagen, dat Sape hiar min of mear

friûnlik oanglimke. Hy tochte: »Dou praest better nei min sin as dy rike boeredochter. It froumenske der ik it libben mei to 'n ein bringe wol, mat sa leaue en fortroue op de kreft fan hiar man. Dy faem het gjin jild, oars wist ik, leau 'k, wol hwet ik die. Mar, scil ik my sels minder bitroue as hia?“

Fen dy tiid ou oan kaem Sape folle by Oeble Reitses, net op sneintojûn, mar sa faek as 't him in 't sin kaem, op alle urenen fen de dei en hy waerd er altiid tige let en set. Dat it him om Fyke to dwaen wier, dat stie by de mensken fest, en dat it niunkelitsen hwet wirde scoe mei dy twa, der twivele ek nimmen oan. En der wieren reden for, hwent Fyke jowch 't de liu omtrent in 'e mûle, dat it wol sa komme scoe, howol se goedernoch wiste, dat Sape him eigentlik yet nea mei hiar inlitten hie. It lit him tinke ho'n opskoer it jowch, ho 't it op in bearen en skimpen en smeulen gîng, do sahwet in jier dernei it nys tröch de bûrren fleach, dat Sape Steketel troue scoe mei Maike, de tsienstfaem fen Oeble Reitses. Dat hied er sa mar to mûk, sonder dat immen der erch in hie, mei dy faem klear makke, en do him tochte dat it tiid wier kaem er der in 't iepenbier mei foar 't liocht. Freeslike raer waerd der tsjin opharke. Elk wist dat er Fyke krye koe sonder stiet of slach, en dat er nou sa 'n earme tsienstfaem naem, wils 't er de skin oannomd hie dat it him om de dochter to dwaen wier, dat neamde net allenne Oeble Reitses mei sin hele grote familiie, né, dat neamden alle foarname boeren in finale gekoanstekkery; en de liu fen leger klasse, dy hiar sa 'n grote dwaesheid net bigripe koene, wils 't se mienden dat Sape sa 'n tûke fint wier, — dy neamden him nou in grote esel.

Sape hie in hiele Jinsenburen gjin friûn mear dy 't tige mei him op hie. Hy waerd yet finniger birabbe, as do er earst út de freamdte der wer oanlanne. Sin goedwilligens om geringe mar warbere en oppassende liu mei jild en goede rie by to stean, waerd sa titlein, dat er 't gemiene folk mar op 'e han socht to kryen en tsjin de wolstelde liu opstokelje woe. Eltse wird dat

er sei, waerd op goudskealjen woegen, en om 't er nei sîn trouen  
 it opsicht oer de hûshalding aan 't wiif tabitroue koe, ek safolle  
 bysondre drokte net mear mei sîn boerkery hie as in 't bigjin,  
 kaem er nou mear onder de mensken as fen to foaren, en sei  
 tsjin elk en oer alles rûnût sîn mieming; kortom, hy teach iepen-  
 lik to fielde tsjin alle dwaesheden, foaroardelen en bygelove. Om  
 't sîn mieningen altiid dwars tsjin de algemien oannomde mie-  
 ningens oproanen, hoesden sîn slimste tsjinstanders de moeite net  
 ienris to dwaen, dat se sîn warden yet fordraiden om him by alle  
 mensken haetlik to meitsen. As Sape de gek hie mei alle byge-  
 lovige fiselasen, den mienden ienfaldige liu, dat er de spot dreau  
 mei 't wiere gelove, hwent gelove en bygelove waechse faek op  
 'e selde stamme; en der is gjin tearder wirk, as de mensken  
 tofoaren to praten, dat it jinge hia altiid for heilige wierheid  
 halden ha, oars neat is as greate dwaesheid. Al hie Sape fôlle  
 foarsichtiger in sîn praten west as er eigenlik wier, it scoe doch  
 neat útwirke ha; hwent hy hie gjin goed bitrou by de mensken,  
 en as dat er ontbrekt is alle redenearjen om 'e nocht. Foarhinne  
 wier er de gemiene liu to rik, de riken to gemien, de frolike  
 liu to earnstich en de frommen to godloas; nou wier er mei ien  
 wird: "in Frymitseler", in man by hwa neat heilich wier  
 en dy neat leaude, as dat twakear twa flouer is.

Hwet better de liu op 'e hichte mienden to kommen fen Sape  
 sîn gelove, of lieaver ongelove, hwet lieaver in hopen mei him  
 prate woene oer gelovesaken, allenne mar om by de neiste ge-  
 legenhed fortelle to kennen hwet ougrîslike stellingen dy fry-  
 mitseler in 'e hölle hie, en sa to biwisen dat hia sels wol suver  
 in de leare wieren en tige goed hiar oardiel hiene. Bœren dy  
 foarhinne wol in greate dochter aan Sape slite wold hiene, koenc  
 't hiar nou net bigripe, ho dominy him in sîn wesen litte koe;  
 hia droegen de preekhear alle rarichheden aan fen de frymitseler,  
 en hia hiene mar heal hiar moed er oer, dat dominy de spotflügel net  
 ris onder 't forhear naem, of alteas him op 'e preekstoel ris  
 flink it hier útkiemde. Liu dy him sels lang net oandoarsten,

ut frese dat er hiær dingen sidse scoe, dy hiar net smakken, scoene neat lieaver heard ha, as dat dominy de greatsprekker ris omreitsen it leksum lësen hie. Dominy bitroude sa goed op de krest fen sin warden, dat er 't neat achte om de frygeast ut it field to slaen, mar hy liet de man greatmoedich sin gong gean, sa lang as Liuwe kastlein him net oanklage, Liuwe wier alderling en in great friûn fen dominy, mar Liuwe myde Sape, om 't de boer wol gau ris kaem om in dûbeltsje to fortarren.

Op in snein, do dominy hwet bûten order wier, preke der in kandatus, en dy jongkerel stookte de hel biustere hiet en skildere de dîvel malle swart ou. De moandeineimideis siet Sape mei in stikmannich oaren by Roel skipper, dy in winkel hie en ek hwet herberch halde, sa fier as sin lits hûs it taliet. Do waerd er praten oer de preek fen dy kandatus, en do sei ien fen de boeren tsjin Sape: »Jy habbe wol ris biredenearre, dat er in 't hielal gjin onder en boppe is, mar nou it 't us jister wer klear ut de skrift biwiisd, dat de himel boppe us is en de hel onder us, — dat komt mei jou stelling net goed ut.«

»Né,« sei Sape, wils 't se him allegearre oangappen, »nei 't dy preker it us aanwiisd het, den is de hel der flak onder dy blae stiennen, dy foar de preekstoel in 't hek lidse; hwent sa faek as er mei krest en oandrang oer de hel praette, wiisse en wiuwde mar wakker by de preekstoel del nei dy blae stiennen. Mar witte jumme hwet? al hwet geastlik is ken us net fierder oubielde wirde as us bigrip rikt. Hwet docht searder as barnen? Neat, oars wol? In menske midden in in fûleindich fiûr, — dat is in ougrislike foarstelling. Dat mat utwirking ha op sökke stomp-sinnige mensken, dy sonder frese for de dîvel net braef, — of ho men dat neame wol, — wêse kenne. Alles hwet akelik en îslik en ougrislik is, het men in de hel by 'n oar brocht, om sökke liu binaud to meitsen, dy krekt as douhûdige bern, oars net om 't lik wolle as dat heit mei de bôllepit komt.«

Hic Sape in wike aan ien súpt en flokt as in polderjonge, hied er de mûle tige wille jown mei skimpen op 't regcar en de

liu dy der in sitte, hy scoe him mei dat alles by sin tahearders en oaren dy 't letter sen hiar hearden, sa forachtlik net makke ha, as mei dy stikmannich warden. Sa gau as Liuwe kastlein it wiste skeanbille dy nei dominy, om 't mei de waerme han oer to dragen, hwet godloase tael as der by Roel skippers fierd warden wier; Sape Stekbetel hie tominsten sein: »Der wier gjin hel; de dominys hiene der mar hwet sen optocht om de domme hu bang to meitsen en se sadwaende nei hiar sin to lieden en to stiuren.»

»Wy scille him wol krye!» sei dominy kort en droech.

De sneins deroan wist elk wol hwa dominy miende, do er oer falske profeten aan 't preekjen rekke, en derby sei: »Valsche profeten zijn ook dezulken, die een paar godlooze boeken gelezen hebben, of van uit de booze wereld de verleiding medebrengen. Dezulken zijn bezeten door dommen hoogmoed, daarom beelden ze zich God weet wat in op hunne bedorvenheid en willen, even als de eerste verleider, de Satan, eenen aanhang hebben. Wie nog een vonkje eerbied voor de godsdienst in zich heeft, schuwt zulke duivelsdienaraars, zulke wervers voor de legermacht des Satans, zulke vervloekte vrijdenkers — meer dan de pest; want hij weet dat zij met den duivel een verbond gesloten hebben.»

Sape hearde dat wol mei forbasing oan, mar mei in restich gewisse, en hy scoed er net op fallen ha dat dy warden him in 't bysonder gauen, as er net sioen hie dat alle eagen op him festige wieren. By 't ûtgean fen de tsjerke woed er de iene en de oare freegje, hwerom dominy fen 'c moarn sa biuster tröch-draefd hie. Mar de liu wînden by him wei as skoftige hûnen; hy lake in him sels en ging nei hûs. Mar do er thûs kaem moast er yet in preek hearre.

»Min lieave ginst, Sape!» rop Maike him tomiette, »hwet is der doch geande, dat alle mensken dy sa oanseagen, do dominy oer de godloasen preke? Ik wol graech leaue datst neat op din lea heste, mar sids my doch hwer dat sen denne kaem.»

Sape koe him op dat stuit oars neat to binnen bringe, as dat

lestè praetsje oer de hel by Roel skippers, en dat deelde er sìn wiif wîd foar wîd mei.

»Godtank!“ sei Maike, »it komt sa ût lik as ik tocht. Dou bist better as de liu miene; der meist in eare in stelle, hwent er benne in boel dy net tsjin dy ût kenne. Dominy het dat oannimme matten sa 't de kweawillige mensken it him oandragen ha.“

»Oannimme matten!“ sei Sape hiet. »De geastlike hearen sidse: Bitrou dy net en leau dy net, en hia leaue en bitroue de earste de beste kweasprekker. Hwerom mat dominy eltse babbelder en sköbbert,— dy er in 'e grûn sels forachtsje mat,— leaue, wils 't ik net leaue en sidse mei, hwet my forstannichst foarkomt en hwet de beste en ûststekkendste mensken ûtspritsen ha?“

Sa ivere Sape al fierder, en dy neimiddeis bleau er for 't earst ût de tsjerke, to sidsen, sonder dat er de iene of de oare forhindering hie.

Nou hie dy preek alle liu, dy Sape koene, oerûtte best foldien.

»Dy man ken der hwet fen sidse!“ waerd er jimmer sein. En hwet se 't moaiste fûnen: dat se nou net mear hoefden to freegjen ho 't dy frymitseler in korte jierren sa rîk wîden wier; dominy hie 't ommers mei rûne wîden sein, dat er in bûn mei de dîvel sletten hie. Dat forgeaten de liu net wer, en sels dominy wier letter net in steat hiar to bitsiutten, dat se sìn wîden hwet oars bigripe moasten, ho graech er dat dwaen woe, do er sels wol inseach dat er hwet al to sterk spritsen hie.

Howol Sape in sìn bûrkery jimmer lôkkich wier, hy scoedoch to bikleyen west ha, as er net in engel oan sìn side hawn hie, dy him mei lieafde en sealmoedigens wist to lieden, en dy er slach fen hie om him, sa net mei sìn omjowing, den doch mei sìn tastand to bisredigjen. Der wieren net fôlle dy sa goed as Maike hûslik lôk wisten to kweekjen. Do hia him niunkelitsen bliid makke mei in litse Franke, do krike, nei sìn sjenswîse, ek sìn arbeidsjen (dat sìn ienichste tiidsfordriuw wier, sont sìn lieflings ideael him forlitten hie) in heger biteikenisse, om 't it nou net mear in oerpottery sonder doel wier.“

Franke bleau it ienichst bern fen Sape en Maike , en de heit koe him mei alle sorgfaldigens op de opfieding fen dy jonge talidse , en dat died er mei alle wille. »It bernopbringen,” sei er taek fleurich laitsend , »jowt my wrichtich mear höllebrekken as mannich skoallemaster, al mat dy it ek for in hele boel dorpsliu allenne waernimme, hwent in hopen miene dat se oars neat for hiar bern habbe to dwaen as riksdaelders by 'n oar garje. Rikwesen is for elk net goed. Mannichien , ja lichtwol elk dy by in great kaptael in sliuchtwei opfieding kriget, wirdt onfordrage-like , eigensinnige , greatske domkop. Sa'n ien wol ik net fen min jonge meitse. Hy mat in achtenswirdich man wirde; gjin groukkoppige prötte goed , dy by de sleur sin libbenswei lans rollet , lik as in balstien by in hichte del. As in selsstandich man mat er sin formogen bruke, ta best fen him sels en oaren, sa dat earmen en riken for de frymitselers jonge ontsach habbe matte, as se wolle of net.”

Franke koe flink leare , derom retten in hele boel liu — dy mogelik de soan fen dy gefaerlike frymitseler wol ta 't dorp út ha woene, — Sape oan, om de jonge to Grins studearje to litten , den scoed er licht hwet goeds fen him komme kenne. Mar den waerd Sape de höllekreas en hy sei : »Is in boer den net hwet goeds ? Net de stand docht de menske eare oan , mar de menske de stand, sids ik, en as mannich boer net hwet goeds warden is, hwa het der skild oan as hy sels en dy him opbracht het ? Ik bring min jonge sa op , lik as men my ek opbringe kend hie. Neat scil him ontbrekke hwet my ontbrisen het, en den het er 't hier by honk ek goed enoch. Studearje ? 't Is aerdich dat ik in ienen sökke friùnlike riejowers kry. Der scil altiid in de wrald wol genoch preke , plastere, salve en pleite wirde, al wirdt min soan gjin dominy, dokter of abbekaet. For dat alles benne er , ta gelok , altiid liu mear as genoch , derom seil Franke hwet hiel bysonders wirde: in musikant, dy de mensken de wierheid toloaren spilje ken en doar, dat it licashaberry is. Ja wis , sa mat it wirde. As hy it bikonit , hwet my ont-

britsen het, den scil er ek dwaen kenne hwet my ondwaenlik is."

»Mei dy stiifkop is gjin lan to bisilen," seyen de goe-riejowers en gingen nortich hiar wegen. Mar hwet Sape sein hie dat wier him inmoed. »Elke stân," sei er, »en elke bidriuw het sîn bysondere plichten. De earme het for him sels en sîn wiif en bern to sorgjen en him ût sin heukerige tastan wei to arbeidsjen. Ik hab dat ridlik goed opskippere, Franke is net meer earm, mar derom hoeft, 'r de hinnen net in 'e bûse to stekken en er lik as dy oare rikeman, tsjin sîn siele to sidsen: »It en drink en wes frolik!" Ne, hy is sorplichte om ek hwet to dwaen for de liu, dy arbeidsje matte for sîn jild, dat hy net by 'n oar skript het. Hiar riejower en helper mat er werde. Dat mat er insjen leare, der mat er fetber for werde."

As de liu, dy soms fen sîn redeneeringen hwet hearden, der de gek mei hiene, dat kaem de frymitseler net aan sîn kalde klean. Net sa onforskillich wier 't him, dat ek Maike net iens wier mei de grûnbijinsels dy hy folge by de opfieding fen sîn soan. Net dat er him fen sîn stik bringe liet, trôch it jinge hia tsjin sîn sjenwise in to bringen hie; mar it die him in sin hert sear, dat sîn wiif, der er nou al sa man nich jier in frede mei trôchbrocht hie, in 't wichtichste punt tsjin him wier, ja sels mei sîn tsjinstanners instemde. Hy moast fen hiar it forwit hearre dat er de jonge ongelökkich makke, om 't er him altiid thûs halde, inpleats fen him trôch de omgong mei oare bern aan de mensken te wennen.

»Domme lius praet!" sei Sape den." »It liket wol dat de gritman of dominy dy dat inblaesd het, dat Franke sa leare mat om him mei de mensken to redden. To minsten ik bigrip it oars. For mensken, dy hiar sels to rieden noch to helpen witte, is 't wol goed, dat se Jan, Piter of Klaes hier en der nei freegje; hy likwol scil sa 'n wearhoanne net werde, dy him fen alle winen omdraye lit; mar in man dy by alles sîn eigen insights folget. Hwet is der op 'e bûrren for him to winnen, as dat er trôch forkearde foarbielden fen de rike, en de fiuchtpartyen fen de

earme bern, in kerel wirdt hwaens lekken en brekken letter  
mei min jild biditsen wirde matte? Dou hest ommers goed  
din forstan, dou bigripst my altiid sa goed en leaust my sa  
fest, — kenst den nou net mear insjen ho goed ik it mien?"

»Ja," sei hia mismoedich, »do'st hier in 't dorp in hopen din-  
gen tochtste to foroarjen, do wier din miening ek goed, mar dou  
hest er doch neat mei útriuchte."

»Derom mat nou in oaren dat bisiikje."

»En derom mat sin lök en frede in de weachskeal set wirde?  
Mat men den gelearder en wiser wêse as oaren, mat men in  
sonderling wirde om goed to wesen en goed dwaen to kennen?"

»Ja," sei Sape, »elk dy de riuchte wei op wol giet hier for in  
sonderling; ik ben der greatsk op dat se my sa neame."

»Nou," sei Maike wer, »ik woe Franke mar lieaver lökkich  
meitse as greatsk."

»Dou praetste as in froumenske, dat in alles gefaer siucht.  
Hald dou dy mar by de hûshalding en lit my mei 't oare oan-  
piele, den scitte sjen dat alles tige flot renne scil. Min miening  
hab ik dy sein; dy stiet sa fest as in hûs, krekt as alles hwet  
Sape ienkear in 'e hölle het. Alle tsjinpraten is om 'e nocht."

Dat wist Maaike ek goed enoch, mar der 't hert fôl fen is  
der rent de mûle fen oer. Likwol hia forkroppe mear as se sei,  
en as se tsjin Sape sîn sin, hiar jonge folle fry jowch en forbea  
krekt sa 't hiar sels goed tochte, den die se dat meast alhiel  
sonder erch, derom foel Sape, dy hiar kampstriid twisken mem-  
melieafde en plicht wol opmirk, — hiar der net hird oer. Mar  
ho seldener hiar tsjinstridige tinkbielden ta 'n útbarsting kamen,  
safolle to mear garren se inwindich op. Sape, dy net mear sa  
stiiftest by 't wirk wier, en sadwaende him mear oan sîn oer-  
tinkings oerjowch, bigûn him in to bieldsjen dat sîn wiif him  
eigentlik mear freesde en as hiar breahear ontseach, as dat se  
him lieaf hie en mei him instimde. As er fen hûs wier kwelde  
er him sels mei 't tinkfield: »Hwet scoe se, op oanrieden fen  
dominy en hwa wit hwa mear, nou wer tsjin my bikûpje?"

En thûs kaem 't him soms foar dat er der oer wier as 't fiste tsiel in in wein, om 't Maike altiid net in steat wier om hiar kommer to forbergjen. It wier net mear it alte libben sen nocht en wille, net mear in foriene skrippen om 't selde doel, en doch koe Sape him sels noch sîn wiif der forwiten oer dwaen.

In soech ûre sen Jinsenbürren ou hie Sape in lits pleatske, der hied er in setboer op, en in de leste winter kriege Franke tasid-sing om der de maitiid en simmer tröch to bringen, sa 't hiette om mei op dat spil ta to sjen, mar eigentlik wier 't de alden derom to dwaen, om de jonge mar ris hwet ta de doar út to habben. Mar do Franke foart wier, wier heit doch in 't earst-oan sa onwennich as in hûn. Oan 't lësen hied er gjin nocht, do er net mear mei Franke der oer prate koe, en in de lëste reinige wiken, hied er tige de proeve er fen hawn hwet tiidsfeling wier. En wier er oars al hast menskeskou wirden, do dreau de need er him ta om ris wer by Liuwe kastelein of Roel skipper in 't selskip to kommen, meast mar om him wer ris mei de dommens fen de mensken to formeitsen.

Dat is de libbens-ren sen de rike en doch net biminde frymitseler.

---

#### **IV. In ongelokkige Heit.**

---

Minder to moed as dy moandeis wier Bartele Doues yet nea by Liuwe kasteins wei komd. Hy, dy sa in alles oerienkaem mei sîn heit, de alte bysitter, fen it swart bosk hier ou oan de greate brede foetten ta, in leauen, hoopjen en eigensinnigens,— hy wier der as dom en ienfaldich útlake wirden! En fen hwa? Fen Sape Spinpiip, dy earmelius-jonge, dy.... Moast in kerel sen sa 'n gemiene komou him op ien line stelle mei Bartele Doues, hwet mear is, tsjin him dwarsdriuwe? — Ja, Sape wier

rîk, tige rîk, en dat seach Bartele net foarby. Né, hy wier insklik, hy wist wol dat liu dy sen neat ta eat komme, faek onbrûksum benne, derom hied er fen Sape fölle mear oer him gean litten as sen oaren: mar der in 'e herberge, wils 't er fen dat geniene folk by siet, sa oanfallen en ûtlake to wirden, dat elk de gek mei him hie! — dy divel Teake! — né, dat roan to fier!

Dominy hie net fergees tsjin de frymitseler warskoud; hwent hy wier onforbetterlik. Ne, hy fortsienne 't net iens dat in fatsoenlik man him om sin geswets ek mar ien amery lik makke. Elk wist ommers wol hwet men fen sin praetsjes to tinken hie.

Sa scoe Bartele him sels delbedde ha, as er him oars ek yet net in hele boel in de hölle ommeald hie. Hy tocht om hwet foarby wier en hwet komme scoe. 't Like doch wol, dat dy godloase dwerskop allenne in 'e wrald wier om him in 't bysonder it libben to forbitterjen. Bartele hie sa mar in ienen in hele boel dingen klear foar de oandacht, dy er om dy aparte kerel bilibje matten hie. Do se nei skoalle gingen siet it er al op mei hiar togearre, do wier Sape al sa 'n dwarse malle jonge. As rikelius bern him fregen om de sommen for hiar to meitsen, hwet sökke hungerlyers altiid graech dogge om in apel of in wirtel machtich to wirden, den wier hy onbiskanme genoch om to sidsen: »Miene jimme dat wy alles for jimme dwaen matte om 't jimme jild ha? Sape het er de wet sen. Meitse jimme sommen sels, jimme ha doch oars neat to dwaen." Letter do er sa wonderlik rîk wirden wier, like 't him in sin permantigens yet net noch to wesen, dat er knappe liu bihandle as gemien folk, hy woe alles ût de alde fûgen ha en de wrald in in nye form jiette. En hwet it slimste wier: alles lökte dy snaek, suver alles! Hy die mar krekt sa 't er woe, hy woe fen dominy, fen de gritman, fen lansmenearen neat witte — en doch ging 't him mar fen jier ta jier foarut. As in oar troue woe, den seach er op eare en fatsoen, op stand en familie; mar Sape bikommere him om dat alles neat, hy.... »Né sje der!" sei Bartele, »dy

Maike hie ik doch net nimme doaren, net nimme kennen, af hie Sape — skamje dy flauhertige swakkeling! datste yet nea din hert alhiel end al oan God tawyd heste. Gin de forblinne sondaer dat earmtlike lök, dat God him hier inpleats fen de himelfreugde t̄komme lit for 't bitsje goed dat er mogelik dien het. Dat scil doch gau foarby wēse, — malle gau!"

It slagge Bartele yet net him mei dy oertinkings tofreden stellen. Ja, it wier mar sa, Sape wier lökkich en libbe in de hearlikste frede mei wiif en bern, wils 't Bartele sin jonge for de forlerne soan halde moast. In bidoarne, in oerkomling, dy wrichtich de lieafle en sorch fen sin heit net mear wirdich wier. »In bidoarne oerkomling! en tröch hwa? Tröch hwa oars as de frymitseler?» Nou stie alles klear foar Bartele's siele, en hy rop: »O! dat ik doch dy divel net freesd en haette hab; nou ha 'k it lean der for, dat ik my tröch jild blindoekje liet, en in dit stik dominys rie net fölge, — just in dit stik net!"

Men mat witte dat Bartele, do sin bern in 't opwaechsen wieren, der neat tsjin hawn hie as Doue en Maryke fack mei Franke by de frymitseler in 'e hūs wieren. As de bern ta de doar ut wieren koe hy ommers onforhindere sin jild ris oertelle, sin rekkens neisjen, in kapittel lēse of in knipperke nimme. Derby tochte Bartele: »As de bern sa iens mei 'n oar opwaechse, der ken hwet ut foart komme as se great wirde; hwet men by 't maitiid sieddet, dat waechst in de simmer. Kort en goed, om Franke ienkear ta sin skoansoan to habben, dat like Bartele net slim ta, hy mocht nou opwaechse sa 't er woe. Hy wier wol sahwet sonderling en ek al hwet godloas, mar de Heare wier altiid machtich om him to bikearen en as Bartele ienkear alle dagen omgong mei him hie, den hope er him wol hwet oars to kryen. Dat Frouke net fen in foarnome komôf wier, dat hindere Bartele wol hwet; »mar," tocht er, »t spant om alles by 'n oar to finen; Franke het jild en as er Maryke kriget scil er fen sels wol in oansjen komme." Oer dit ien en oar hied er him yet nea tsjin immen útlitten, mar Sape wier wol sa goed to wekker, dat hy scoe 't

fest wol lang in 'e rekken hawn ha ho let as 't wier. Hy scoe 't wol mirken ha hwet Bartele in 't sin hie, en sìn handelwise der by Liuwe's in 'e herberge wier safölle as in wegerjend andwird der op. As jonge hied er Bartele faek narre en pleage; as synt hied er him sìn Fyke bynei ontsfyd, do sitte littén en hiar de gek oanstsitsen tröch de tsienstfaem to nimmen. Letter hied er; dat wist Bartele, sìn soan Doue op de kweade wei brocht, en ta bislüt scoed er ek yet mei dívelsnöcht, it libbenslök ten sìn dochter Maryke de boayem inslaen. Oan in houlik fen Franke mei Maryke foel ommers, nei 't jinge er hioed bard wier, net mear to tinken. Dat hie Bartele to kennen jaen wold mei sìn sidsen: »Ik wol mei dy neat mear to meitsen ha,»— do er inseach dat Sape allike min ta swyen to bringen wier as ta forbettering.

't Wier dus gjin níget dat Bartele by 't thuiskommen de doar gans hirder ta smiet as er wend wier. Maryke, dy fen sels fen neat wiste, skrilde forbaesd omheech, en waerd yet kjelder as de koffykanne, dy foar hiar op 'e tafel stie to triljen fen de slach.— Wieren wy in lits bítse earder der in 'e hús komd, den hiene wy de jongfaem aan 't lésen fún. Mei de kcrease hölle op de fine blanke hân, der men net aan sjen koe, dat er safölle wirk die, siet hia by de tafel mei de friûnlike eagen earnstich in in ald boek slein, howol se alle ameryen efkes opseach, krekt as se om hwet oars tochte as hwet se lies in heite martelersboek, dat hia op de hoekspine lei, do hy ta de doar instormjen kaem. Hwet mocht him wol bijegene wêse? — In ongelok? — Né, dêr lai him hwet oars op 't hert. Licht hied er wol hwet fen Doue heard en dat moast fest hwet freesliks wêse.

»Och heden, heit, hwet skeelt er oan?“

»Neat.“

Hia geat in, mar koe gjin drip tröch de kiel krye. Hy gíng by 't fenster sitten en like 't net to hearren do hia him frege, as er ris opdrinke woe.

»Het heit hwet fen Doue heard?“ frege hia biskromme.

»Né, — lit my mei rest."

Hia gîng oerein en redde de tafel op. Hy gîng ek oerein en trape 't milhûs op en del. Op 't lest gîng er wer ta de doar út.

»Hwer giet heit nou hinne?"

»In de frisse löft."

»Mar it reint ommers sa."

»Ja, 't het sa lang al reind, dat het it." By de doar kearde er him yet ris om en sei: »Maryke, dou bliuwst thûs!"

— »Och ja, ik ben ommers altiid thûs. Heit komt fest gau wer."

Hy sei neat mear, mar striek er op ou. Mar ienkear in hiar libben hie Maryke hiar heit sa yet ris sioen, dat wier do er Doue ta de doar út jage. Derom hie se nou ek aldcrearst om hiar ongelökkige broer tocht, en hia moast jimmeroan wer om him tinke. Al mear en mear rekke se forsonken in 't oertinken fen dy binaude dei, do heit sa llk wier dat hiar broer de flecht naem en de alde him neiroep: »Gean hinne sa fier as de löft blau is!" Der kaem in striid in hiar binnenste twisken de liealde fen hiar broer, dy heit biskildigje woe, en de fieling fen hiar plicht om net tsjin hiar heit op to stean. Einlings bihelle 't gewisse de oerhan. Wis wier 't hird, ougrislike hird, dat hiar ienichste broer fen heit fotstaet in de freamde omtorkje moast! mar derút koe men ek opmeitse ho freeslik Doue 't bidoarn ha moast by heit, dat er de jonge sa straffe koe. Maryke hie altiid safölle fen Doue halden en hia halde yet fölle fen him, ho graech se hiar sels aanpresse woe dat heit riucht handele hie. Hiar stille hope wier, dat Doue him betterje scoe en niunkelitsen mei birou en skildbikentenisse wer thûs komme, om in ny libben aan to fangen.

De lökkige dei, dat Doue wer thûs kaem, seach Maryke yet altiid forgees tomiette. Al langer as in jier wier 't lin, sint se de earste en ienichste brief fen him hawn hiene. It wier in akelike brief, dy er allenne mar skriwn like to habben om sijn wrok tsjin heit to uterjen. It alde sear waerd dertröch op 'e ny wer iepen plokke, en pinige yet mear as earst. Ho 't er it hie, der hied er net fölle fen makke, allenne deelde er mei, dat er in

hiele poas omswalke hie, ear 't er plak fún as boerefynt; hy hie 't net best nei 't sin, in 't plak sen hoerefynt stean to matten smakke him net; mar hy scoe de kop er foar halde. Nou leau-de Maryke wol, dat heit hwet to hird roan wier, do er miende dat Doue him bistellen hie. Hia sei dat ek tsjin heit; hiar tochte, dat it jild, dat er biuster rekke wier, koe yet wol ris wer fún wirde, en 't wier to minsten net goed immen to bitigjen fen in misdriuw, sonder dat it biwiisd wirde koe. Ut frese for bran en sa hie heit wol jild út 'e wei stoppe, op sökke freamde plakken, dat er sels licht net ienris krekt onthalden hie hwersanne; dat it sahwet by lökraek wer fún wier. Sa koe 't ek mei 't jild wêse, dat er dis kear miste. Bartele hie likwol gjin sin oan siikjen. »Dy skandlike brief," sei er, »bewiist genoch dat de greate lunimel yet lang gjin goed sin het, en dat er 't er op taleit om my safölle lest oan to dwaen as er mar ken. Sa 'n oerkomme-ling as hy is ta stellen sa goed in steat as ta ligen. It jild mei wêse hwer it wol, mar 't is my hird dat ik sen de jonge gjin goeds mear leauwe en hoopje ken."

Dat Maryke der tsjin praeitte wier forgees; heit wier ta gjin siikjen to kryen, hwent dy mei ligen, kaertspiljen, súpen en allerhanne ondogense dingen pielde, moast sen sels in dief wirde, der wier gjin mis op, tocht Bartele. Maryke likwol koe sa min net oer hiar broer tinke, en as se der soms al hwet fen bigûn to leauen, den kaem 't meilyen gau wer by hiar boppe, den tocht se: »'t wier doch freeslik, dat hy der sa in de freamde for sín brea arbeidsje moast, wils 't hia sa'n best libben hie. As er dat jild al meinomd hie, hwet wier dat in earmtlike forgoeding, for safölle wille as er thús habbe koe en oars nearne."

Sa pakte hia dagen oanien mei Doue en sín brief om. It like hiar doch soms ta, dat heit al to hird west hie. Mar wier de man sikerwier hird?" Och, hy wier de lieafde en de goedens sels; hy gíng strang mei sín gewisse to rie, en dat koe doch net forkeard neamdt wirde. Hy gíng riucht tröch sé by alles hwet er sei en die. Strang hie er handle tsjin Doue, do dy him to

bûten gîng, mar înskiklik en friûnlik, tochte Maryke, scoed er wêse, as de jonge mei birou werom kaem, — lik as er tsjin hiar ek altiid wier.

Alle dorpsliu tochten sa goed net oer Bartele as sîn dochter. In hopen seyen, sîn goedens tsjin hiar wier mar skin; hy socht der mei to biwisen, dat it foarhinne ek net oan him skeeld hie. Op sa'n meneear woed er 't wer goed meitse for God en sin dochter, hwet er mei sîn stîvens en lilkens bidoarn hie. Mar dy sa oer Bartele tochten koene him net goed. Him sels gewelt oandwaen dat koed er, as er 't for plicht halde, mar him mei sôkke insichten oars foardwaen as er wier, der wier hy de man net for. Nei sin insjen hie in heit tsjinoer sîn bern neat goed to meitsen, en hy tominsten net. Sonder him to steuren oan 't oardiel fen de wrald of oan de biweginen fen sîn alderhert, as 't op geriuchthied oankaem, gîng er op sîn wei foarût, dy mocht him den fiere hwer-hinne er woe. Hoeſde er him nou just to forbrekken om tsjin Maryke friûnliker to wesen as to foaren? Hwet wier natûrliker, as dat er sîn dochter, dy nou safolle allenne op hiar skouders hie, dy tûsen gelegenheden hie om hiar lieafde mei dieden en înskiklikens to biwisen, net mear allenne heger skalte as hiar broer, mar ek tröch hiar ta jowende onbikrompene lieafde hwet opfleure waerd? Ja, hy lei er him op ta om 't fanke to wille to wesen, en dat wier for hiar beide in great lök, hwent eltse hird wird fen hiar heit rop de oanklachten tsjin him, dy in hiar hert slommen, wer wekker. Hia fielde hiar den sa forlitten dat se jimmer wer om hiar ongelökkige broer tinke moast, oan hwa se nou en den hiar fortriet, hiar sorgjen en hoopjen graech scoe meidele wolle.

Sa wier 't dy moandeitojûns ek wer, en om wer hwet fen dy "sondige" oertinkings ou to kommen, gîng se in de keamer en bigûn to psalmsiongen. Mar dat woe net helpe. Hia ging opstean, socht in boek en bigûn to lësen. Mar 't hie oan hiar to sjen west, dat se der ek al gjin oandacht by hie.

In healûre hie Bartele sahwet foart west, do kaem er werom,

en by Maryke in de keamer om in droege jas oan to dwaen.  
Sin each foel op 't boek dat hia in 'e han hie, en oan 't omslach  
en alles like 't him ta, dat it gjin "godsalige skriuwer" wier.

»Hwet hest der?“

»In boek sen Sape, — der les ik nou en den wol ris in, as  
'k oars net wit hwet ik dwaen scil. Sa likme allenne to sitten  
der is doch net fölle oan; ik hab al faek ris tocht....“

Nou mirk se eerste ho likl hiar heit seach en prætte hiar net  
ut. Mar hy sei: »Nou, hwet heste al faek ris tocht?“

»Ik woe wol dat wy ek hwet fen dy aerdige boeken hiene,“  
sei Maryke biskromme; hia woe hiar graech stil halden ha, as  
heit hiar net op in andwird ferge hie. Hwet oars sidse as se  
miende woe se ek net, al seach se foarût dat hiar worden net  
goed opnomd wirde scoene.

»So!“ sei de alte, »hest dat al faek ris tocht? Ja, dat wol  
'k wol leaue. Doue het der ek wol oer bommele, dat het er.  
Boeken woene jimme ha? Romans en boerefriske flarden, net? —  
Wy habbe in hele boel beste godfruchtige boeken, der min heit  
en min pake al in lësen ha, — en den ha wy 't martelersboek,  
der ik to Leauerd op in dis trye gûne for bitelle hab. Mar dat  
smakket dy net, dou togest lieaver hwa wit hwet fladeryen in 'e  
hûs gear. It earste boek, derst mei thûs kaemste, hie ik op steande  
foet forbarne matten ta stof en yeske, dat hie 'k, den scoe 't er  
hier nou wol hwet oars ut sjen, den stie 't better, dat wit ik.  
Mar ik scil dy boel ris opromje, dat it opromme bliuwt for al-  
tiid!“

Wils 't Bartele dat sei, roan er op Maryke bed ta; 't fanke  
liet fen kjeltme 't boek ut de hannen falle. Hy pakte dat op,  
kniep it grimmitch by'n oar en sei: »Ik hied er in bult sin oan  
om dat smoarge fodde in 't fiûr to stekken; mar sa'n ien as  
Sape mat net sidse kenne, dat ik in 't of 't oar him skea tabrocht  
ha, al is 't den ek mar in lichtsinnich boek. — Nè, dat mat net  
wêse!“

Forachtlik sniet er 't by'n oar knipte boek op 'e grûn, en

skopte 't nei Maryke ta wils 't er sei: »As dat flarde moarn om diss' tiid yet onder min dak is, den smit ik it ta de doar út en dy er by."

»Och heit," sei de faeni sunich, »rop doch sa lûd net; as hier goeds foarby geane, kenne se jo wol hearre."

»Litte se 't hearre!" sei Bartele, »ik wol sökke boeken net in 'e hûs ha, al komme se ek fen de keining of de gouverneur, en fen dy godsforsaker, dy frymitseler to minsten net; fen him wol ik neat onder min eagen ha, dat kenst forstean! Ik wol 't, mei ien wird, net lye, datst dou sökke boeken leste."

De leste warden sei er hwet suniger en hy bigûn friûnliker to sjen. Hy bigûn sikerwier meilyen mei Maryke to kryen, hwent it kaem him in 't sin dat it goede fanke der neat fen wiste hwet him eigentlik dwars in 'e mage siet. Hy hie birou fen sin heiligens, mar 't wier him doch to min om hiar dat skine to litten. Derom ging er sa hird as er koe, en sabearre yet lik, ta de keamer út.

Hia trille oer al hiar lea en do se him net mear stappen hearde boarst se in triennen út. Nou wier heit den ek lik op hiar en wol sa lik dat er al drige hie hiar »ta de doar út to smiten." It wier hiar kald tröch al de lea gien, do hy dy warden utere. En hwet hie se den doch misdien? Yet nea hie heit er him oer bikrode hwet boeken hia lies, nea hied er frege fen hwa se dy krige. It like him altiid tige to sinnigjen, dat hia sneins meast altiid thûs bleau en hwet lies. »Thûsbliuwen dat seach er lieafst," sei er faek, en 't foel Maryke net swier derin him it sin to dwaen, as se mar hwet hie, der se de tiid goed mei to 'n ein bringe koe. In 't earste do hiar broer foart wier, wier se bigûn om sneins neimideis earmelius famkes dy mei hiar nei skoalle gien hiene, by hiar to noadsjen, dy se nayen, breidsjen en haken learde. De earmsten der fen bleauen den faek ek by Maryke to koffydrinken en to iten, en den wieren dy goede sloven sa in hiar skik! hia praetten en laken en songen, dat de liu soms bûten doar stean bleauen to harkjen; hwent oars wier 't altiid by Bartele stil en deadsk.

De frolike bern wieren der sa wol to moed, dat se hiar net ienris myden for Bartele, dy meast in 't milhûs siet, in in ald boek to lësen ; hia hiene er gjin iens erch in, dat se in 't hûs fen sa 'n foarnaem man wieren, dy by 't gritenybistiûr hearde. Mar it dûrre net lang of de alde makke oan al dy wille in ein. Hy sei tsjin Maryke : »as hia hiar riede litte woe, den moast se sökke bern net mear oanhelje, hia wieren sa drist en frysostich dat it net roaide , hia wieren der by sines mar allike útlitten en mal as thûs." Maryke , dy graech hiar heite sin dich , forsocht de bern net mear , mar der kamen doch yet goeds út hiar sels en do sei Maryke, hia scoe se mar allenne hwet onderriucht jaen en dermei wei. Dat dûrre yet in snein of hwet, mar do sei Bartele: »Hark ris fanke , lit sök wirk mar oer oan liu dy oars neat to dwaen habbe. In de wike heste 't altiid folhannich, en sneins hearste to resten nei Gods gebod; as de tiid dy lang salt kenst in 't martelersboek of in oar goed boek sitten gean to lësen." Do Maryke yet nei skoalle gîng hie se heit al faek hwet út it martelersboek foarlëse mattien, mar foar hiar sels hie se der net fölle nut fen hawn en ek gjin bihagen der in fün. By 't lësen sen satölle moardneryen gîng hiar de grise oer de groue, en nachts den droomde se soms, hia woene hiar om 't gelove forbarne , en sökke rare kerels , lik as der op dy printen in dat boek stiene , pleagen hiar en sieten hiar ester , dat se in deadsbinaudheid siet en bliid wier as se mar wekker waerd. Derom hie se 't er neat mei op dat heit hiar wer fen dat martelersboek tofoaren prætte. Hia lies lieaver hwet oars, der se oer neitinke koe, om er alle dagen in hiar dwaen en litten foardiel mei to dwaen. En as heit hiar doch wer oan 'e gong ha woe mei de »*Historiën der vromer Martelaren ende ghetrouwe Bloedtgetuygen Iesu Christi,*" — den sei hia : »Dat dy mensken grousum lidten , alles lidten, alles oopofferen om 't kostlikste hwet se hiene to biwarjen , dat wit ik, en dat is it wichtigste ; to lësen dat ik er fen út 'e liken reitse, dat is nearne goed for."

»En ik mei dy skiednissen graech ris lësen hearre," sei Bartele.

»Der giet it hird om hird der onder of der hoppe. Der ken men sjen, ho'n binaud bîtsje 't eigentlik is, dat de Heare ús tsjin-wirdich jowt to dragen. Meilyen hoeft men mei dy lyers net mear to habben, hwent hiar lyen is nou lang al foarby en hia benne lökkiger as wy, fölle lökkiger. En hia habbe 't ek for-tsienne, dat habbe se. It benne mensken west der men carbied for habbe mat. Hia woene lieaver de kop er foar halde as krimp jaen. Dat benne foarbielden, dat it ien goed docht aan de siele as men der fen heart.”

»Mar in 't folhalden mei 't goede is Jezus ús doch it ealste foarbield,” andere Marke.

Der hie Bartele neat op tsjin, mar as hy in 'e hûs wier en hwet tiid oer hie, den moast er, lik as fen to foaren, in 't martelersboek lësen wirde. In de lange jûnen fen de lestsorroane winter hie Maryke der net fen ontkomme kend, mar do de dagen langer waerden en Bartele sneins safölle net mear thûs siet, ging Maryke, net to mùk, mar doch sonder 't just tsjin heit to sid-sen, — nei Sape en frege him om in boek to lien; hia woe graech ris hwet lëse ten de tsjinwirdige wrald en fen de tsjinwirdige tiid; hwent alde skiednissen fen liu, dy hia net bigripe en hiar net foarstelle koe, dier hie se de mage al fol fen.

»Dat fanke tinkt sún,” mompele Sape. »Hia mei God tankje, dat de alde alles net wit, oars waerd er, ja, den waerd er....” Hy ging in Franke keamerke en kaem werom mei in boek dat al gans bitomke wier. Hei sei: »Dit is nou eigentlik just gjin boek dat skriuwn is for frouliu, mar 't martelersboek wrîchich ek net.”

It wier »*Het dorp der Goudmakers*,“ sen Zschokke. Maryke lies der in as se tiid hie, en hia wier krekt er oan ta komd, dat de domme dorpsliu by de skoallemaster komme om him to freegjen ho 't se oanlidse moosten om hiar oan de divel to for-keapjen, — do Bartele dy moandeitojüns sa balstiùrich by hiar in de keamer kaem, om oan de wille, dy dat lësen hiar jowch, in ein to meitsen.

Hie Maryke Sape en alles hwet fen him kaem for ondogens en forliedlik halden, hia hie him dalik it boek werom brocht, ja, den scoe se 't net iens fen him liend ha. Mar hia miende Sape better to kennen as hiar heit, dy der krekt sa biuster oer de man ûtfallen wier. It boek hied er nauerneed oansioen, dat wier 't net dat him sa lik makke, dat hie Maryke al in 'e rekken. Der mosst hwet foarsfallen wêse twisken heit en Sape; mar hwet koe dat wêse? Hia hie wol mîrken dat heit nou in tiidlang gau ris hwet oer Sape to sidsen hie. It kweasprekken koe heit net best litte, en 't wier krekt as er sôkke liu meast oer de hikkel helle, der er eigentlik meast mei op hie en dy er derom sonder kwea like to winskjen. Hy miende 't net forkeard en faek as er ien fen sîn friûnen onbarmhertich ouheuvele, den sei Maryke laitsende: »Hwa God lieaf het kastyt er!« Hia wist it best, as in oar 't weage hie, sa op sîn goede friûnen ou to jaen, lik as hy 't sels die, — sa'n ien scoed er de doar wiisd ha.— Mar nou wier 't him tige mienen, dat hie se wol oan him sioen en heard. Hia bislütte om sin sin to dwaen, al kaem sin eask hiar hird en onbillik foar. »Ik ben forplichte my onder heit del to jaen; ik wit goed enoch, dat it net om dat boek is en de wille dy ik derin fin, — mar de friûnskip mei Sape is út, fen disse ure ou. De friûnskip mei de ienichste hûshalding in Jinsenbûrren der ik oanhald fûn. Mar om heit to wille to wesen wol ik mar dwaen hwet my hird falt, en sîn nuvere sinnen fordrage omdat ik safolle oan sin lieafde to tankjen hab; hy is op 't lest ek in menske. Yet in heel ein better is er doch as in hopen oaren.«

It wier yet hielkomselden bard, dat Maryke sôkke plasters for hiar heite lekken en brekken siikje moast. Altiid hie se him halden for in best man en al sîn wollen en dwaen for wiis en goed, en sôkke tinkbielden as se nou hie, wieren hiar altiid binaud en sondich foarkommen.

Maryke hied er likwol yet gjin erch in dat it foartoan hwet oars twisken hiar en heit stean scoe as 't oan diss' tiid ta stien

hie; allike min as hy der erch in hie, hwet in rige fen oertinkings hy mei sijn onbidich lilkwesen, in sijn bern wekker röppen hie.

—

## V. Op 't Field en in 'e Hûs.

—

De moandeis hie 't al net safölle reind as foarige dagen, de neimideis hie de sinne al hwet skind, — en de tiisdeis wier 't de hele dei droech waer mei sinneskin. Do wieren de boeren út de skroeven! It wiete hea wier in ienen net droech en 't lân ek net; inkelde boeren fünen 't goed om de swéén, der 't gers al tröch hinne wüchs, mar ris om te kearen, oaren seyen, de loft like sa goed, hia woene 't yet mar ris oansjen. Mar de woansdeis wier 't den ek oeral drokte en biweging hwer 't men seagen; likwol wier 't hea der yet net klear for om 't mei alle boarstend geweld by'n oar to klauen, lik as 't den oars in de ongetiid by'n hopen boeren giet; hia koene oars yet net dwaen as hwet keare. Dat wier wirk der wol in praetsje by halden wirde koe, en 't wichtichste nys dat er for dat pas wier, waerd oeral ocreide, nammentlik: de deilisskip fen Bartele mei Sape. De liu dy der by west hiene wisten to fortellen hwet Sape en hwet Klaes sein hie, en der waerd yet ek al hwet byfoege dat gjin ien fen beiden sein hie. Dat mocht net in bult kwea, fen Sape koene en doarsten se oeral sidse hwet se woene; alles waerd leaud, allenne 't goede net. As in earme arbeider aan in rike boer sijn need klaget, dat er thuis in sukkeldjend wiif het mei forskate litse bern, den ken er de mûle wirch prate sa lang as op 't lest de boer him to halden jowt: »As 't heal sa slim wier, den wier 't al binaud enoch, mar 't wirdt tröchgeans fölle onbidiger oujown as 't is." — Ek as in boerefynt in de herber-

ge in fortrouwlik petear bigjinne wol mei in foarnaem boeresoan , oer waer en win , den mat de boeresoan hoastje en de noas snute en giet wiles nei in oare hoeke fen de keamer. Mar as in earme sukkelder skimpe wol op immen dy de rikling net lye mei , al liicht er den de helte , den fint er wol oandacht , as 't mar net op iepenbiere plakken pleats het. Sa koe nou ek elk dy hwet fen Sape wist to fortellen , dat aan 'e mau krye , al wieren de boeren of hiar soannen der by.

Fen de frymitselers in 't algemien en fen Sape in 't bysonder waerden dingen forhelle , der 't ien grien en blau by foar de eagen wirde moast , en 't skimpen oer 't regear en 't skoalle-onderwîs bleau ek net bynester. In de skoalle waerden fiers to min geaste-like söken en to fölle idele wraldske dingen leard ; oer »zelf-kantige nammen“ en oer 't »mannelik en vrouwelik geslacht“ waerden de bern dingen foarhalden , dy gijn menske bigripe koe ; inpleats fen psalmen songen se der laffe lietsjes , stridich mei de gereformearde leare , sa lik as , »'k Ben mensch en woon bij menschen van 't zelde huisgezin ; wie mensch is is mijn broeder , Dien 'k als een broedermijn.“ — It regear wier ek neat mear wurdich , oars moosten se sökke kerels as Sape ta sin plicht bringe , as se sa mar in 't iepenbier hiar godloase stellingen uteren. Elk mocht nou mar leue en sidse hwet er woe , tsjerkelike tucht wier der ek net mear. Foarhinne wier dat oars , do moosten minnisten en roomsken hiar tsjerken in esterouhoeken ha , en den mochten se yet sprekke fen gelok dat se der frydom ta hiene. Mar nou waerd aan alle dwaellearingen de frye teugel mar jown. Sa kamen se fen de iene pleage op de oare ; pok-inintsjen , tongerlieders , brankasten en al sökke nyichbeden makken de forbolgenheid des Heeren geande , dat er ús lan bisocht mei de roede.

De iverichste ongetiders wieren dy moarns Sape sines , lichtwol omdat se hwet heger lean krigen as de oaren. Om 't Sape yet lang safölle hea net lidsen hie as sin búrman , hie ien fen sin arbeiders der in han mei holpen , eu do se mei'n oar nei hûs gingen to iten forhelle dy de oaren dat se Sape der wer sa beet

hawn hiene, dat er gjin hier goed oan him bliuwn wier. Mar do seyen de oaren: »hy mocht him hwet skamje, dater sök praet meidien hie. Hy wist doch wol dat de haet fen de foarnamen en de wanginst fen de earmen allerhanne kwea fen Sape op in baen brocht. Dat de riken grimuitich op him wieren dat wier best to bigripen, hwent hy steurde 'm oan hiar neat, hy doarst hiar flak foar de hölle sidse hwer 't op stie, en hie al in hele boel dingen oan 't liocht brocht, dy hia lieaver in de doospot halde wold hiene. Mar for de earmen wier 't to dom om op de man to skimpen; hy wier de ienichste rikling dy wist hwet in earm menske om 't hert wier, en dy 't in wierheid goed mei hiar miende; hy wier meilyiger en tsienstiger as al dy liu dy de hölle föl gelove hiene. Dat wier for de earme liu it beste; it oare moasten men mar oan ûs lieaven Hear en dominy oerlitte. Dat hoeerde men derom net tsjin elk en ien to uterjen, men koe mei stilswyen foldwaen, mar wier wie doch wier, en dy 't graech hearre mocht dat se Sape bilasteren, wier gans gjin kerel.”

»Ik hab stilswyend taharke,” sei Hans den sa ben 'k efter hwet nys komd.”

De oaren seyen, dat koed er, om hiar part, wol for him sels halde; mar dat wier tofölle ferge. »Lieuwe kastlein sei er 'chie jisterjün by Sape west om in wichtich boadskip. Jimme ha der fest al sen heard, hwet er in 't sin het.”

»Net in wird!”

»Ik scil jimme forhelje hwet ik wit. Liuwe wier foarhinne in earme falske, moairpraterige kerel, sa listich as de divel. Hy het earst sahwet hier en der hûshalden, to Snits het er steds menearen leard en in nye jas kocht. Do Witse kastlein stoar kaem Liuwe by de widdou to wenjen, en dy het er niunkelitsen krike. Elk wit dat dit houlik for him better wier as for hiar. Oer Rinske wolle wy mar net ienris prate.”

»Nou ja, dat witte wy ommers allegearre wol.”

»Ja, dat is goed,” sei Hans, allike bidaerd, »ut it alte komt it nye foart. It dûrret net lang mear, den wirdt Rinske meerder-

jierrick, en aan hiar heart de herberge en 't greateste part fen 't kaptael. As dy faem ris trouen in 'e hölle krike, scoe Liuwe mei wiif en bern om in hinnekomen siikje matte, — en der wol er for oppasse, as 'k it wol ha. Hy het sen him sels sa-fölle net dat er der in baergehok for boue ken; nou wol er Rinske kaptael onder him sjen to halden op sa 'n menear, dat it in tiseboel wirdt dy net maklik út elkoar to kryen is. Sökke dingen barre der wol ris mear."

»Mar het Rinske den gjin tasjende faud, dy for hiar opkomme mat, as hia neat merkt of neat sidse doar?“

Hans seach de fregers laitsend aan en sei: »Miene jimme dat dy tasjende faud him aan diss' tiid ta stil halden hie, as er der sels net goed by foer? Né dy seit neat, Rinske wit neat en de kastleinske doar net út de hoek komme. Nimmen scoe in wird kikke, as keapman Fink er net wier. Dy set it tsjin Liuwe in 'e kant. Siuch, Liuwe het in 't sin om in tsiispakhús neist it hús to bouen en den wol er in twade fearskip in de feart lidse. Der het Fink gjin sin oan, net allenne om 't er de bûter- en tsiishandel hier lieafst allenne halde wol, mar ek om 't er 't jild onder Roel skipper sin \$nikke het. En om 't sidsen is, dat Fink de grîtmans dochter ha scil, lit it him bigripe dat dy alde op sîn han is. Dat is for Liuwe in min ding, as 't hird om hird gean mat; hwent hwet de grîtman wol, dat wolle de oare leden fen 's bistûr ek. As 't útmakke wirdt dat hier gjin twade fearskip wêse mei, den is Liuwe der ou. En nou mat Liuwe jister by Sape Stekbetel west ha om goede rie en licht ek yet hwet oars fen him to heljen.“

De ongetiders wieren fen miening: Liuwe scoe by Sape net fölle treast fûn ha. Dy twa hiene elkoar nea net goed lye mocht, en dit wier in saek der for Sape neat gjin heil in siet.“

Sa prætten de ongetiders sa lang as se by Sape thûs kamen, der Maike de itentafel al klear stean hie.

Wils 't Sape mei sîn folk aan de tafel sit om griene earte en Sôpenbry nei binnen to slaen, wolle wy sîn hûs efkes tröchkipje.

It is yet ea goed sa ny, lik as de wolfeart fen de eigener. As in Jinsenbürster it mei oare husen forgeliket, den komt it him foar dat dit op 't selde del komt as dat men Sape mei oare dorpsliu forgelikje woe. Ek in freamde, as er dat romme liachte milhüs mei aldmoadrich ennymoadrich hüsrie seach, der lânkaerten en haedstellen nest elkoar aan 'e mûrre hingen, scoe gau bigripe kenne, dat dit hüs tahearde aan dy ûthiemsk klaide man, hwaens fen de sinne forbarnde tronie, hwaens gong en menear fen praten by sin freamde dracht en freamde tinkbielden, de boer yet wol ûthingje lieten. Dat Sape net mei skin tofreden wier koe elk bigripe, dy sîn kostlike ky in de fenne rennen seach, en as men in de foarkeamer kaem moast men sidse it iene skeint it oare net. Alles wier kreep in order, mar Sape seach mear op 't geriif as op moayens en om formen bikommere er him nea net fölle. De wenkeamer wier ienfaldich en minder oppronke mei blinkende neatichheden as in hopen arbeiderswenten. De boeren wieren in dy went net riucht thûs. 't Seach er hiar der just net to foarnaem, mar eigentlik to onkristlik út. Înpleats sen skilderyen út de skrifft seach men der allerhande idele dingen, apels, blommen en prenten mei wonderlike figuren, — krekt as by de dokter. De bibel, die by 'n oar sîn plak hie op 'e skoarstienmantel, op 't hoekeplankje of op 't fensterbank, seach men by Sape net op in baen, mar wol nymoadrige boeken mei reade, griene en keakelbonte omslagen. In hopen tochten dat Sape gjin iens in bibel foar dageliks gebrûk hie, mar dat miste hiar, hy lies er mear in as de liu mienden, mar hy achte 't net nedich om dat boek foar allemans eagen to pronk lidsen to habben. As him deroer soms hwet in de earren waide, den sei er: »As ik by oare boeren in 'e hüs ben steur ik my der net aan hwet der hinget of leit; as 't hiar in 'e hüs by my net sinniget, den komt dat just tröch 't jinge min leafhabbery is.»

Der benne net fölle boeren, dy sa tinke lik as Sape, en suver neat dögge foar de skin en om 't each fen de mensken. Mar yette inkelder benne der frouliu to finen, dy by sökke aparte kerels

passe. It benne net allenne de rike boerinnen, dy sonder dat de man it hast fornimit, ris in hündert daelders, út it jildlaedsje nimme kenne, dy hiar sels en 't hûs mei allerhandenymoadrige diûre flarderyen oppronkje wolle, né, sels earme tsienstsammen, dy hast gjin goede onderklean rik benne, bistelle hiar jild oan goud en silver, moaye pakjes en linten en flinten. Sa hie Maike net west do se de boer tsienne, en nou se frou wier, forskilde se fen oare boerinnen ek safölle as nacht en dei. For dingen dy nearne ta tsiennen as pronkjen, hie hia gjin jild oer, mar om foarrie fen linnen en fikse klean in 't kaminet to habben, der wier se hiet op. Hia koe 't net bigripe hwet noctit wier om alles hwet men hiene foar it each fen de mensken to prond to hingjen; in 'e hûs of oan ien sels. Ek wier 't hiar to gek om altiid to himmeljen en to wettergriemen, lik as der frouliu wieren, dy altiid mei de learen lape of de wite wriuwdoek in 'e hûs omfnittelen en de fammen altiid in 't wiet wirk wisten to halden. Kaem meu oan hûs by sa'n kreaksindlik menske, den kaem de frou mei in skienne dweil in 'e hân, ien al by de doar tomiette en rop, krekt as de Heare tsjin Mozes: »Tsiuch de skoen út!« — Maike dy sa goed as der ien wier, de boel skien en in order ha woe, wier 't minder om de uterlike skin as om 't wiere fen de saek to dwaen. Hia halde in de hûshalding allike min fen fari-seenske streken as hiar man in 't dageliks libben.

Nei item gingen de ongetiders wer nei 't lân to heakearen en Sape socht wirk in 'e skûrre en op 't hiem, hy makke de time in order en seach de harken en forken yet ris nei, hwent it scoe nou hast op in swiljen gean matte. Mannich boer doar sîn folk net oan hiar sels oerlitte, mar mat jimmer en oeral sels foaroan wêse, krekt as er jage wirdt. Sape wier fen miening: »Dy arbeidsje woe en koe, scoe 't ek wol dwaen al wier de boer der net by; mei twang müset de kat net. Foarhinne hie hy der ek ester en foar by west, just net om oaren to driuwen, mar om hwet mei út 'e wei to setten. Nou died er dat net mear, hy jowch de arbeiders in flink lean en hie yet nea nen reden hawn

om oer hiar to kleyen. Hia wieren der great op dat de boer hiar sa bitroude, dertröch diene se hiar best om in 't bitrou to bliuwen en om in goed lean wirdich to wesen. Sape wier likwol thüs ek mar selde liddich, hy koe hast altiid wol hwet fine dat dien wirde moast. Sin arbeiders en oare liu seyen wol ris tsjin him: »Hy scoe him mar hwet restich del jaen, hy hie genoch arbeide sen sijn libben, hy mocht er nou sijn wille wol ris fen nimme." Mar dat holp net, hy koe net liddich wese as er alles om him hinne in biweging seach. Hy hie altiid by 't arbeidsjen de measte wille sun en de beste treast; — en niemmen hie him gauer geande as dy him tofoaren eamele, dat it in straffe Gods wier, dat in menske in 't swit fen sijn oansicht sijn brea ite moast.

Dy 't arbeidsjen in wierheid lieaf het, dy haldt it net for in middel om smoar to setten, om den restich sijn wintersliep halde to kennen, lik as de bearen, mar 't is him ek in twade natür en sijn ienichste nocht om beusich to wesen. Krekt as in tünmau dy by 't rispen fen de fruchten him yet ris to binnen bringt hofolle wille him it siedsjen en oppassen jown het; sa giet it ek in grisaerd as er de lannen siucht dy tröch sijn flit fruchtber warden bennne; der bringt er him de hearlikste tiid fen sijn libben by to binnen, en dat jowt him op sijn alde dei yet moed en kreft.

Sape hie 't al faek billibbe dat er oer de bûtdoar hinne sijn moaye griene lannen biskôge; mar der krike er sijn nys net ou, en nou bilibbe er dat wer. Hy seach glimkjend in 't moaye waer en Maike, dy sonder dat er 't mirken hie it bûthüs lans komd wier, hearde him heallûd sidsen: »Dit is doch wer ris in prachtige dei, dy mei gjin jild to biteljen is; alles stekt wer fleurich de hölle omheech, de delreinde rayen en de mensken ek, dy der hast in forsloegen om 't alles net nei hiar winsk ging. Nou, de mensken benne mar sa: tige from en bidest as dominy 't siucht en heart, mar om in de dei fen biproeving hiar mei biresting onder de wille des Heeren del to jaen, — der benne se net sterk in; ho moai as se der der ek oer witte to redenearjen, as 't in

'e huis en mei 't sé en 't lán allegearre ginstich stiet. Ik hab er just gjin níget oan dat de mensken sa bisteane, mar hia moasten den doch ek mar net frommer líkje wolle as se benne. Ik wit wol en 'k hab it goedernoch sels onderfún, dat söks immen 't swierste knelt, hwet mei de beste wille en alle kreft net oars to meitsen is."

»Söks komt líkwol faek in 't libben foar, en men scil 't ek leare matte to fordragen," sei Maike, wils 't se hwet neyer by him kaem.

Hy draide 'm forheftich om; dat Maike him biharke hie, dat noaske him earst net, mar al gau seach er wer allike friúlik as altiid. »Ja Maike." sei er, »mar fordragen to learen, dat is lang elk sín wirk net. 't Is my lichter fallen om my út de earmoed wei to arbeidsjen as hiar to fordragen; min heit in tsjindiel, wier in earste master in 't duldsjen. Mar men is onge-lik fen natür. De baes, der ik in de fremdte by arbeidde, plichte to sidsen: »De liu oer 't algemien benne sa dom en ienfaldich, dat as men hwet forstannichs tsjin hiar seit, den is men 't forgees kwit." Ik wier líkwol fen miening: just omdat se sa onbimunstere wieren, moast men dwaen hwet men koene om se better en forstanniger to meitsen."

»Nou sids my den ek ris: hwet hest mei dy miening útriuchte?"

»Neat, suver neat!" sei Sape. »Dat leit just sa swier op my, dat ik my der onder deljaen mat — krekt as by min waer — dat ik er neat tsjin dwaen ken."

»Hwer tsjin?"

»Hwer tsjin?" rop Sape heftich, »tsjin dommens, bygelove en lege formen inpleats fen godstsienst, tsjin de almacht fen de riken de flauhertigens fen de earmen en ....

»Tsjin lang bidden en almanaksgelove," smiet Maike der oer hinne.

»Hest der ek al fen heard?"

»Ho scoe 'k der net fen heard ha? Der het elk de mûle folfen en hia skrilje as se oer dy prate. Dou hest nou al lang de man west der elk skrutel for wier; my tocht der scoest hinder

fen ha, en doch makkest it geandewei yet slimmer. Wy kenne elkoar al lang, en dou witst wol dat ik net fen tsjinaxeljen hald; mar ast dou de spot driuwste mei hwet de liu heilich achtsje en derby it bilang fen ûs Franke bineideelste, — den ken 'k net mear swye. Dou hest Bartele de mage sa fôl jown, dat er der lang tarren oer het. Franke scil dy der grif net for tankje, hwet Maryke docht dat wit ik net."

»Ha ha! sit it him der?“ sei Sape glimkjend. »Nou, ha der den mar gjin noed mei: Franke ken oan eltse finger wol in faem krye, fen de moaiste, de braefste en de flinkste, — as er mar wol. Hia benne hier in 't lan yet by tsjerken fôl, en net sôlle scoene tsjin him «né” sidse.“

Hwet mem scoe sökke reden net graech hearremeye? Maike hiar onrest waerd er alhiel mei delbedde, en hia sei, om hiar gnorrige reden hwet to biplasterjen. »Hia scoe neat sein ha, as't net om 't gelök sen Franke west hie, hwent sa 'n faem as Maryke wier der ûren in 't rûn net mear to finen, net hwet hiar jild en hiar bitoestens, mar haedsakelik hwet hiar goedens oan-ging. Hia liet hiar om in finger woelje sa dildich en inskiklik wier se, — krekt as hiar mem by hiar libben; dy hie mei Bartele ommers ek sa wondere fredich libbe, dat fen de hûnderd gjin ien 't hiar nei dien hie. En den tocht hiar wier 't ek to gek, altiid to striden oer 't gelove, hwent in dat stik makket elk it sa goed as er mar ken. Sök striden brocht yen mar op in likk wird en elk en ien waerd partyich op ien, en der hwet oan to foaroarjen of to forbetterjen, dat koe doch nimmen of 't moast nou dominy wêse.

»Ast der biwiis fen ha wötte,“ sei Maike, »tink den mar ris nei ho faek Bartele al útlake is om de hege drompel sen sîn útdoar, der men hast oer klanterje mat inpleats fen gean. Mar Bartele seit: »As ik de drompel oars meitse den past de doar net, nou is 't iene nei it oare en dat is altiid moai. Ik hald net fen sa'n geskoer in 't huis om; it het min heit sa goed west

en 't is my ek goed, en den ken 't ninmen hwet skele." — As men nou net ienris in steat is om immen in stik fen sin drompel ou to praten, den hoeft men lang net to mien dat men hwet oan sin gelove foroarje scil. Mar it slimste is, dat er ût dat tsieren en hispeljen sa'n spil foart komt. Wit hwet Liuwe kastlein dominy der wer fen oandraecht, en den komt er snein op 'e preekstoel wer hwet los."

Sa praette hia yet al fierder den om hiar fen dy tekst ou to kryen wist Sape gjin better middel as hiar hwet nys to fortellen. Hy sei: »For Liuwe kastlein hoeft net bang to wesen; by him ben ik nou al in best man."

»O heden!" sei Maike, »dat liket ek al wer freamd. Hwet ha jimme den twisken elkoar?"

»Hy wol in tsiispakhûs boue en in ny fearskip meitse liite."

»Der mat er jild ta ha; hwer scil er dat wei skoerre?"

»Jild is der wol al het hy it net. Ik hab him tominsten in hûnderd gûne of hwet tasein."

»Dou Liuwe kastlein jild tasein? Nou wit ik net hofolle sekken salt men opite mat ear 't men dy goed kennen leart. Wost dou dy kerel jild liene? nou ben ik er in wei!"

»It is sen bilang for it biele dorp as dy Fink de bûter- en tsiishandel net mear allenne in 'e hannen het."

»Mar for Liuwe sels is 't grif net fen bilang; for in forkeard man is alles forkeard. Hwet mear as sa'n ien by de ein het, hwet hirder as er in 'e grûn giet."

»Liuwe en sin saken gean my net oan. Hy het nea min man west en is 't yet net."

»Ho kenst him den in 'e goedichheid jild ta bitroue?"

»Dat jild scil ik wol hwet fest sette, dat it my sa gau net ontflucht. 't Is eigentlik min doel net Liuwe to stijpen, mar de goede saek wol ik foarût helpe mei alle macht.

»Nou dat is goed en wol. Dou bist wrichtich in goed en best man, as de liu it doch mar ris insjen mochten."

»Mogelik," sei Sape laitsend »ben ik diss'kear just net sa goed

ast dou mienste. Mar ik moast dy der eigentlik mar neat fen oan 'e noas hingje."

»Hwer mast my neat fen oan 'e noas hingje?»

»Dat ik de gritman en sijn oanhang in ongemakkelike loer drai, as ik Liuwe sijn hoanne keining kraye lit.»

»Hwet mienst der mei?»

»Fink is hier allenne bûter- en tsuiskeapman. De boeren bringe mandeis hiar waer in 't skip, Fink forkepet it to Snits; de oare wijs komme de boeren om hiar jild, en den seit hy: »Safolle het jou bûter gauen en safolle jowes, en jowes is safolle oustitsen en safolle jowes. Hy telt it jild út nei 't elk barre ken, de boeren gean der mei nei hûs en tinke er nauerned oer nei, as se ek tsien stûren of in gûne to min krike ha. It skip dat Roel bitart hiet sines, mar 't is Fink sines. En nou wient er dat hier folgens riucht gjin twade skip in 'e feartlein wirde mei. Mar dat scil him ontsjiette. It Jinsenburster skip het gjin *octrooi*, dat wit Fink ek wol, mar hy tinkt mei help fen de gritman Liuwe peal en perk to setten; hwent as sökke basen onkindige liu foar ha, den kenne se alles der trôch krye, 't is riucht of net.»

»Mar as dat nou op in riuchtsjen en warren giet, den seit dou der, hoopje 'k, net mei in omreare. Liuwe het neat om by to setten; as er bitelje mat, scil er 't fen din jild dwaen matte.»

»Nou ik scil him mei rie en die bystean, hwent ik ken 't net op dat de greateren mei de lîtse liu mar dögge hwet se wolle.»

»Och Sape, hwet koene wy nou in wille ha to gearre, ast dou oare liu mei hiar eigen saken oanpiele lietste; hia scoene dy din gong ek wol gean litte. God het dy fölle jown mar dy gave het er dy onthalden, lichtwol om 't wy den al to lökkich wêse scoene in de wrald. Wy scoene om gjin himel tinke as wy jimmer frede in 'e hûs en in 't dorp hiene. Mar dou mast mar witte hwetste döchste, ik wol der min hölle net mear mei brekke.»

Maike gîng wer in 'e hûs, mar hiar sidsen om net mear to höllebrekken oer 't jinge bipraet wier, — kaem se net nei. Hwent as dat spil foar 't riucht kaem, en Sape scoe him der mei injaen

dat like liar min ta. It *riucht!* dat is sa'n moaye namme; men scoe sidse, der moasten earlike en brave liu by opsjen as berntjes by liar mem, dy for liar opkomt as der gesaer is; en doch benne earlike en brave liu der altiid skrutel for om mei 't *riucht* dwaen to habben. Scoe dat sa wêse as 't *riucht* altiid op de ienfaldichste, korste en goekeapste menear de onskild in beskerming naem? Maike wier ien sen de liu dy, sonder der onderfining of forstan fen to habben, — skrutel wier for 't *riucht*; krekt as de hinnen onrestich benne as se fornemme dat er heech in de loft in wikel flucht.

Wils 't hia der in 'e hûs oer mimere wier Sape yet beusich op 't hiem en tocht net mear om 't petear mei sijn wiif, mar om sijn wirk. Bartele Maryke, dy op 't hiem komd wier, sonder dat hy 't mirken hie, en al »dei« sein hie sonder dat hy 't hearde, sei it yet ris hwet lüder. »Wel heden, goeden dei, Maryke!« sei Sape, wils 't er him omkearde, »komst dou der oansetten, midden op 'e dei?«

»Ik scoe jo *Het dorp der Goudmakers*« werom bringe,« sei se, sonder dat se, him goed oansjen doarst, en hia lei it boek op 'e amerbank del.

Hiest er *nou* tiid ta om mei dat boek hier hinne to rennen?«

Hia halde liar earst stil en seach foardel, do sei se: »Om 't ik nou gji tiid ha to lësen bring ik jo 't boek wer thûs.«

»Den hoeft nou dalk ek gjin oaren wer mei, tink ik?«

»Né, jonge né! ik tankje jo friûnlîk for 't lësen sen dit, en nou mat ik mar gau wer gean.« — En foart wier se.

Sape naem it boek en hy sei in him sels: »Dat komt alwer sen dat almanakpractsje; hia wolle mei de frysitseler neat, suver neat mear to dwaen ha, — bigrepen? Derom smite se nou sijn goed him salwet sen fierens ta. Sa is Maryke hier nea komd en ek nea net foart gien. Hwet dat fanke nou wol tinkt? — Mar der likrodet him ek nimmen oer hwet ik tink. 'k Ben mar bliid dat Maryke der neat sen heard het, oars hie 'k sen liar leihet ek yet in lexem krigie.

## VI. Ho 't by Bartelēs tagiet.

---

Krekt as in skrutel bern dat ondogens west het, makke Maryke hird dat se wer thūs kaem. Do se wer in 'e hūs wier bleau se stean om op 'e asem to kommen en seach weamoedich ta 't senster ût nei Sape sin moaye flinke husing aan de oerkant fen de wei, krekt as se forwachte dat se der hwet bysonders sjen scoe. Hia seach likwol neat, hwent Sape wier in 't bûthūs gien, en hia tochte: »Hy seil net witten ha hwet er der oan hie, dat ik der sa nuver mei dat boek oansetten kaem. — Licht hied er 't wol in 'e rekken, tocht hia, dat hia op heite bifel dat dwaen moast, en sa hie se 't ek mar lieafst. Do hy hiar frege »as se de tiid hie om mei dat boek to rennen,“ do stie se in bistan, as se him de hele storie mar net fortelle scoe; mar heit for in freamd, — al wier 't den Sape — to biskildigjen, om dertröch hiar sels skien to meitsen, — dat doarst en dat woe se net dwaen. In 't foartgean hie se yet efkes by Sapes in 'e hūs op loerd, in dat hūs der se sa mannich blide dei bilibbe hie. In hiar gedachten naem se do ouskie fen Sape, dy grif mear as hiar eigen heit dien hie, om hiar en hiar broer fölle nuttige dingen to learen; fen Maike, dy for hiar in twade mem west hie, en fen de stille bidaerde Franke, dy sa faek, as hiar wilde broer hiar to nei komme woe, it for hiar opnomd hie, en mei hwa hiar 't learen altiid sa maklik fallen wier. It tinkbield, dat nou de friûnskip ût wier mei dy goede liu, der hia saföile fen halde, — koe se net kwit wirde. Hwet scoe Sape fen hiar tinke? Hwet scoed er Franke fortelle? Hiar menear fen dwaen moast dy liu nuver foarkomme. Hia wier mar bliid dat einlings heit in 'e hūs kaem; him doarst se nou doch wer fry oansjen; en 't brocht hiar ek in 't sin dat se wer oan 't wirk moast.

Onder iten fortelde Hans Fetses, dy mei Jan Skearder by Bartelē in de ongetiid wier, dat er sin plakje lan efter de herberge oan Sape oerdien hie.

»Ho deale kaemst der by?“ sei Bartele, hwent hy harke tige mal op.

»Ja, hy woe 't graech ha, hy het er hwet mei in 't sin, leau 'k.“

»Nou, den is 't mei din koumeltsery ommers ek ût.“

»Ik ken min kou der oan 't hearst ta in renne litte, dat is 't akkoart, — en ik moast jild ha om de kou to biteljen, dy 'k fen 't maitiid in 't boelgoed kocht ha, op seis moanne kredit.“

»En moast der it hele plak lan om forkwansele wirde? Dou hiest er ommers wol jild op nimme kend.“

»Iliene jy my dat liene wold?“ sei Hans.

»As 't lan yet onbiswierd west hie, ja den wol. En aste my sein hieste datste 't misse woeste, hie 'k it ek graech keapje wold. 't Is my tige min nei 't sin, dat dy Sape der sîn kloeren ester krike het; dat lan leit my gaedlik by min pleats en 't het fen alden ta foaralden in ús familie west.“ — Hans wier in heale neef sen Bartele. —

Der sei Hans neat op. Dat Sape him al lang safolle foarsketten hie as 't lan wîrdich wier; dat hy de rente net mear by 'n oar krye koe, en dat Sape him nou — om 't er bysonder bilang in dat plakje lân stelde — it jild for de kou [mei de weide for dy simmer yet boppedien jown hie: dat woe Hans net fortelle.]“

»Ik ha 't al in 'e rekken,“ sei Jan skearder wijslik, »ho't de forke in de stalle sit. Liuwe kastlein wol in tsiiispakhûs boue en der roegte Sape mei onder; der scil grif dat plak grûn for tsienje.“

»Dat scitte wol lige!“ rop Bartele, sa heftich dat Jan sen kjeltme de bryleppel hast ût de hinnen falle liet. »Nou ja,“ sei Bartele bidaerder, »ik wit ek wol dat er fen söks hwet geande is. Liuwe búter- en tsiiiskeapman wêse en de frymitseler ester de skerm sitte: dat is krekt sîn sack.“

»Dat hier in twade búter- en tsiiiskeapman komt,“ sei Hans, »dat ken de boeren gjin skea wêse.“

Ek gjin foardiel!“ sei Bartele. »Elk wol mar rîk wirde sen de boer sîn gemaek. Kom lit ús tankje.“

Nei iten stiûrde Bartele it folk nei 't lan to heakearen, hier en der in stik twa trye, hwent hy tocht sa : »Hwet se machtiger by elkoar benne hwet er mear babbele wirdt, en hwet se mear babbelje hwet it wirk minder einget." — Grappen en laitsen by 't wirk der hied er in bekel oan ; en dy 't weage hie in sangkje op to heljen hie in ienen healjûn fen him krye kend. Derom woed er foaral gjin jongfolk in de ongetiid ha, »hwent den hearde men jimmer dat sleauë gebletter oer fryery," sei er. Hans en Jan hied er al jierren hawn ; dy hiene nou wol neat mear mei fryery to dwaen , mar derom mienden se doch net, dat men in hele dei mei kûgels geweld arbeidsje moast.

Oan Hans koe men 't fen fierren sjen, dat it wirk him net riucht handige. Hy wier as rike boeresoan opwûchsen en wier in sîn jongheid net fel op 't arbeidsjen halden ; hy wier in bern-tsje fen weelde. Sin heit hie in aerdich kaptael, mar yet fölle mear smoar. (\*) Dat smoar erfde Hans allegearre ; fen 't kaptael mocht him mar in fistepart barre. As synt hied er altiid de romte fen bûsjild , sparjen en oerlidsen hied er net leard. Hy troude in froumeneke dy mear forstan hie ten pronkjen en bisitsjen as fen hûshalden. Hia gîngen elterût en 't kaem safier dat Hans for 'n deihier arbeidsje moast om er trôch to kommen. In hopen boeren hiene him likwol net lieafst in 't wirk, derom helle de familie him meast al oan, om 't se him, om hiar eigen eare net lieafst aan de earmesteat foarfalle litte woene, en derom hie Bartele him ek in de ongetiid.

Jan skearder wier der just ek net om 't er in bysondere beste arbeider wier. Mar hy wier in permantich kereltsje, dy mei sîn boekewisheid by in hopen liu en foaral by Bartele ingong wist to finen. Hy hie fen bern ou earm west en as synt altiid by in oar omtorke, sa hied er 't wol aerdich leard om him nei allerhande mensken to skikken. Mei sin Berber libbe er in frede , hy biskôge hiar for in menske mei 'n bysonder skoan forstan en hied er neat tsjin dat hia de baes spile. Hy hie in bulte nocht

---

(\*) Heechmoed.

oan lësen en om de mensken fölle to fortellen ût de boeken en kranten, dy er meast sen dominy to hien krije. Dat er heech by sîn eigen geleardens opseach wier gjin niget, hwent sîn libben lang hie nimmen him eigentlik rûnût tsjinspritsen, — as Sape, en der steurde er him net fölle oan, hwent hy wist dat elk in hekel oan de frymitseler hie. Hy wist fen alles, sén geastelike en fen wraldske dingen. Hwet er lies fortelde er en hwet er fortelde hied er lësen ût alte en nye hende boeken. Hwet de boeren it best oanstie wier dit, dat Jan ût boeken fol licagens it ligen net leard hie. En it wier sa, hy hied er gjin forstan fen om de dingen op to kleurjen trôch er hwet ou to nimmen en er hwet by to dwaen, of 't moast ris wêse as er hwet fen sîn Berber forhelle. Bartele, dy him gau ris in 't wirk hie, mocht him machtige græch fertellen hearre en halde safölle fen him as in boer mar fen in arbeider halde ken.

Bidaerd trapen de beide mannen togeare nei 't wirk. Hans, dy trôch Bartele sîn lang tankgebed net forgotten hie hwet de boer him onder iten om 'e noas wriuwn hie, bigûn al gau. »Fen sa'n icn mei 'k nou eigentlik net fölle praetsjes hearre; hy wit er ommers neat fen hwet it to sidsen is om tige in de jild-pine to sitten. Neat het er ondersûn. As sîn heite kaptael ek ris in siif of seis parten gien wier, den hied er nou ek wol ris in earme divel wêse kend. Fen sîn snoad forstan en sîn tûkens in de bûrkery is er wrichtich net fet wirden, en mei hwet er sels biskrept het in sîn libben, ken de kat net onderhalden werde. Ho 't in oar him sjen mat to redden, dat giet hin net oan; hy mei sprekke fen gelök dat er 't sa goed het en neat hoeft ou to brekken.”

»Ja,” sei Jan, wils 't se bigûnen to kearen; »Berber en ik habbe ek neat tolölle oan ûs foartsiensten, mar mei Bartele woe 'k doch net ruilje. Oan ûs jonges scille wy, hoopje 'k, mear wille bilibje as hy oan sîn iene. Bysonder min jongste is wonderlike skerp; dy liket my. Hy moast fiks hwet leare, hy is fier to goed om by de boer — as ik mar in bult jild hie, den wist

ik 't wol. Hwet wei as er nou op mat? De Hearc wit it; mar in snoade kop komt immen altiid to pas."

»En ûs mem," sei Hans, »het faek winske dat se gjin ien onder hiar bern krye mochte mei sa'n bysondere snoade kop. Sökke koppen wieren in ongelok for in hûshalding," sei se, »hia doogden nearne ta. En sont dat Bartele Doue der op ou gien is, is my dat sidsen fen ûs mem faek en fôlle in 't sin komd."

»Mei Doue is 't hwet oars," sei Jan, »dy is in 't opwaechsen bidoarn trôch de frymitseler."

»Ik ha yet nea riucht witten, ho dat eigentlik tagien is moi Doue," sei Hans wer. »Dou bist fôlle by Bartelles, dou scit it wol witte; fortel it my ris."

Dat wier in forsiik der Jan neat tsjin hie. Hwet er sels bilibbe en sioen hie, dat fortelde er eigentlik yet lieast. Der hied er oer neitocht en nimmen koe him derby mei freegjen sa gau fen sîn stik bringe. As er fortelde hwet er lësen of sen leaucenswirdige mensken heard hie, wier dat oars. Hy bigriep der sen faek sels alles net en fortelde dertrôch sa bifetlik net, den koed er him gau hwet frege wirde der er oars net op wist to sidsen as: »In domkop ken in in minût mear freegje as in wiis man in in dei bianderje ken" — »Doue," sei er, »wier ien sen fen dy liu, dy graech rom fortsienje, mar ek rom tarre wolle."

»Ja," sei Hans, »mar dat benne forkearde. In hiar jonkheid arbeidsje se hiar lam en kroni en wenne hiar aan in rom libben; mar wirde se ald, den ha se neat en benne neat. Min iene broer, do 't sa'n groue jonge wier, dy wier ek sa; hy woe wol for in deihier by in oar eselje, krekt as in arbeidersbern, om for Jinsenbûrster merke mar safolle to mear jild by'n oar to kryen. Mar der het er sen ûs heit wol bruyen om hawn."

»Nou," sei Jan, »sa omtrent hie Bartele 't ek. Hy bruide de jonge net faek, mar den tige, — as er 't ris grou fen ayen makke hie. Der wier Doue allike bang fen as in hûn, mar to mûk fierde 'r ondogense streken ût safolle as er koe. Maryke wier ek heislike bang fen de alde, hia scoe trôch 't siûr flein ha, as hy

spriek. De hûsfroufaem, dy Bartele nei sîn wiifs dead krike, hie altiid klachten tsjin de alde oer de bern; dertrôch kriegen se wol ris in wan, en sadwaende wieren se lieaver ta de doar út as thûs. Sa giet it as men strang oer de bern is, den wirde se hiar eigen alden skou. Ik hab wol freeslike stikken lêsen sen wrede stiemoeren en stiefaren; sökke omrent lik as Liuwe kastelein ien is. Rinske, sîn wiifs foarbern, wier ek net fölle in 'e hûs, mar dorme mei Bartele bern altiid om, in waer en win en wetter en mödder soms; mar do Rinske litse healbroerreu en siters krike, do wier 't foarlan om der mei om to toppen. Bartele bern waerden sen niimmen thûs halden. Heit, dy hwet swier tilde oer 't forlies sen sîn wiif, hied er hinder sen as de bern frolik en lûdrustich wieren, en de faem mocht de sloven foar hiar eagen net sjen. Sape jonge, dy fölle mei hiar borte, naem hiar wol mei nei hûs, en der mochten se graech wêse, der hiene se alle fry, en Franke hie moai bortesgoed, printeboeken en heilingen en al sök spil, der se hiar mei formeitse koene. Nou, lik aste witste, het Sape oer alles aparte bigripen; ek oer 't opbrengen sen de bern. Ik scoe frese dat er net ienris oan de erfsonde leaut. Ik hab tominste út sin eigen mûle heard dat er sei: in menske wier út sin natûr goed, trôch de forkeardens sen de warld waerd er bidoarn." — Men scoe sidse, ho ken de riuchtfeardige God sa'n tael fordrage; en as sökke liu hiar mei oare liu's bern bimoeye, hwet is 't den ommers binaud. 'k Hab in alde skriuwers wol ris lêsen, dat sökke frygeasten de wrekkende han des Hearen soms freeslik kamen to onderfinen. Mar dy Sape giet it altiid goed; nou mient er dat hy alles best wit en wy neat. Nou, in man mei sökke grûnen, dat ken men tinke, dy woe, op sîn wise, sen sîn jonge in *goed* menske meitse, — en ongelokkich! — mei Bartele bern bigûn er ek. Hy liet hiar in 'e hûs dwaen hwet se woene; hia borten sels wol mei in spil kaerten. Sökke liu, krekt as hiar baes de dîvcl, — habbe gjin greater wille as oaren in 't ongelök to helpen."

»My tochte," sei Hans, »Bartele scoe den doch de bern lieaver thûs halden ha."

»Hia wieren der fack sonder dat hy 't wiste; hwent hia hiene nocht aan learen. Ik sids 't ek, it wier mis sen Bartele; mar dou kenst net leauw ho'n heisterfield dy Doue wier. By alles klaude er op, rûnom siet er in to skoerren, jimmer moast er mar op him past wirde. Derom ken men der ek wer gjin nîget oan ha, dat Bartele him deis wol hwet slite woe."

»Dat scil der den by Sapes ek wol mal tröch skoerd wêse mei trye sôkke wilde knapen by'n oar."

Dat scoe men al tinke, mar ik ken dy sidse, it gîng der stil-der ta as in 'e skoalle. 't Wier krekt as Sape in höppenatûrlike macht oer dy bern hie. Ja, dat is in gefaerlike kerel, dat sids ik dy! Der wieren boeken by de fleet, en dagen lang sieten dy trye bern der by elkoar. Der lies Doue fen freamde lannen en freamde mensken, en de Heare wit hwer mear sen. Der is de divel in him fearn. Mar wonderlik wier 't, dat dy twa bern ût it selde hûs sa ongelik waerden. Do Maryke in eintsje hinne kaen waerd se jimmeroan stilder er bidester. Uren lang koe se sitte in blom of in beam, dy se wol hûnderdkear sioen hie, to biskôgjen, of oars neat to dwaen as mimerjen. Doue wier riucht oars-om, krekt as 't jild, oeral en nearne net. Allenne as er oan 't kaertspiljen wier koed er in poas stil scitte. Dou scitte 't wol witte, hy wier yet mar 'n jonge sen in jier of toalf, do wier er al sa hiet as fiûr op kaertspiljen."

»Jawis wit ik dat; elk hie de mûle der fol fen. En den hied er ek altiid jild in 'e bûse; scoed er dat de alte ontstellen ha?"

»Bartele lit it him sa maklik net ontstelle; hy het it ester saun slotten. Mar Doue woe net graech nei tsjerke; do waerd er bikocht, hy scoe alle sneinen in fijfstûrstik ha, den moast er gjin ien kear ût de tsjerke bliuwe. Dat einde nou net sa hird, mar hy garre 't jild in 't bigjin op, sa krike er hwet gûnen by eltsioar."

»Bartele moast doch mirken ha, dat it net goed gîng; died er der neat tsjin?"

Jawis wol ; hy sloech de jonge bont en blau en hy bea alle dagen , by de itentafel , dat de Heare sijn bern de bikearing jaen mochte ; mear koe men der net oan dwaen , tocht him , as to sorgjen dat er de dogeneat gjin stûr jild mear jowch. As ik in sijn plak west hie, scoe 'k it oars onderlein ha. Ik hie him in gûne twa jown en den goed op him tasioen. Hy wier in 'e grûn net sa slim , mar wild en bleisterich. Jild woed er ha , hwent as 't to pas kaem, woed er der mei foar 't hiocht komme. As sijn heit him neat jowch died er dingen dy er oars net dwaen scullen hie. Ik hie suver gjin forstan fen dy snaek. Hy weage sijn libben mei klanterjen en springen, as er in stûr of in dûbeltsje fortsienje koe. Mar hy wier doch net gierrich ; hy koe 't soms in earm menske jaen, hwet er mei libbensgefaer krike hie."

»In wonderlike bîslynt wier dat doch.”

»Ja , wonderlik. Hy woe ek wol arbeidsje , mar Bartele halde er him net op en bitroude him neat ta. Derin gîng 't mei Maryke better ; Bartele koe ek al min mei fammen oer wei , en 't wier in great gelök for him , do Maryke de hûshalding bistûre koe. Doue woe wol op 'e studie , mar dat like Bartele nearne nei. Do waerd de jonge op 't lest dwars en mal , en hy die hwet er woe, howol Sape him yet al hwet liede koe.”

»Mar,” sei Hans , »hy bigûn ommers ek to kwanseljen in lam-mesellen en hinnen en douen ; ho koed er dat dwaen as Bartele him gjin jild jowch ?”

»Ja , der ha wy him earst ta holpen. Berber wier der great op , en in hiar onskild lei se der fen to babbeljen. Wel ik waerd ienkear sa kjel, it wier as 'k trôch de grûn sonk, do Bartele my frege : »Is 't wier datst dou min jonge jild lienze to handeljen en dat er sijn waren by dy berget ?” — Ik sei : »Ja boer.” — »En hwerom hest my der neat fen sein ?” — Nou Hans , do hinge min eare en min fortsienst er oan. Ik sei : »As men alles seyen hwet men wisten, den kaem er soms in hopen oarloch.” — Hwet witst dou den mear ?” — »Om jo de wierheid to sidsen boer , Doue het ek al ris stellen lead oanhannele.” — It moeide my

dat dat er ût wier, hwent Bartele waerd omtrent rasen. It ging doch yet goed ou. Hy naem Doue in 't forhear, dy bikende alles en biplastere 't hwet, en do forjoweh Bartele 't him, sa 't like. As dat mien en wier, dat wit ik net, hwent Bartele kin him sels ougriislik forbrekke, as er mient dat sin plicht it meibringt. Hy sei tsjin Doue: »Hwerom döchst alles to mùk, bûten min witten? Hwet riucht en goed is en ûs liu bitaminet, dat scil dy net bilet wirde; bûten dat bist ek yet net to ald om dy riede en hede to litten; — forstietst my? Stellen goed keapest dou! Dat roait nearne nei! Mar for diss' kear scil 'k yet ris rekkenje, datst net wiser wierste.” — Do ging er nei de keamer en kaem werom mei 'n pong mei jild. Hy telde fistich gûne op 'e tafel del en sei tsjin Doue: »Hawar, driuw der nou in fatsoenlike hannel mei en sorgje datst my mei 'n healjier dit jild werom jaen kenste.” Ik tochte by my sels: It is doch in goede Bartele, al het er soms sin nukken. Hwet Doue tochte dat wit ik net, mar sioen ha 'k it, dat him de wetterslanners opkamen, do er 't jild nei him striek. —

Do begûn er to hanneljen dat it klapte en hy wier nuver op 'e tried. Mar 't ging him er doch net fortûnlîk mei, goeman. De fallen roanen hird ou en hy moast jild forliese by oanhaldenheid. Hied er do sin heit ek alles mar sein! Mar Doue, dy Bartele goed miende to kennen, — hie der de moed net ta. Bartele waerd it doch wijs, ear 't Doue jild genoch by elkoar hie om him te biteljen. De alte krike deilisskip mei Klaes timmerman. Dou witst wol dat Bartele simerdei altiid mei fûken fisket in de opfeart. Klaes kaem der lans mei 't boat, en brocht by ongelok dy fûken hwet in dis-order. Bartele seach dat; dy kaem op him ta en sei: »Nou mast my net wer mei din boat min opfeart lans komme, hwent ik wol min fûken net fen dy fornielde ha.”

Hie Klaes do mar »tuike; tuike,” spile, den hie 't wol mei dy skamper ouroan; mar Klaes is net mak, dy jowt spittge reden werom. Nou witst wol ho 't Bartele tsjin sökke liu is; as er lik op immen wirdt, den bigjint er to skimpfen op de hele

familie, krekt as der gjin ien goeden onder is. Tsjin Klaes sei er: »Datst dou in onbiskoste tröchtraepe dogeneat biste, en datste in skandalige brutale bek heste, dat is gjin nîget; hwent ût dat skai, derst dou fen biste, koe oars net foart komme, — of de Heare moast in wonder dwaen, — en dat döcht er om sa'n gemiene sköbbert net.

Dat gîng Hans Fetses machtig nei 't sin en him tochte, do scoe Klaes wol stil worden wêse.

»Klaes is net gau stil to kryen" sei Jan, »as der ien fen oppegen wit den is hy it. Hy sei tsjin Bartele: »t Ken wol wêse dat ik in gemiene sköbbert ben, mar ik hab doch sa 'n forflokte malle hûshalding net as dou. Dîn soan Doue is de onbiskoftste dogeneat fen hiele Jinsenbûrren; súpe, kaertspilje, flokke en swetse,— dat is sîn wirk; sa'n ien ken ek wol in gemiene sköbbert hiette scoe 'k tinke. Nim dou derom dîn biesem mar stil mei nei hûs en fei din eigen striette." — Do waerd Bartele stil, hy sakke ou nei hûs krekt as er in slach foar de kop krike hie. Hy hie neat heard of hy wist it wol, mar: »Söks mat men ien fen sa'n kerel forwite litte," grommele er, wils 't er my in 't lan foarby gîng, »en derby as in stommeling stean: né dat rent to fier!" De middeis nei iten frege er Douwe hwer 't sîn jild wier. »Derre," sei Doue, en telde in mannich gûnen op 'e tafel ût. »En dat oare?" — Nou ja, de Joad dy sîn leste fallen yet krike hie, hie him yet net bitelle. De neimiddeis wier Doue net ût om negosie, lik as de alde miende, mar hie wirk socht in 't lan en do kaem de Joad by Bartele to freegjen as Doue ek wer fallen for him hie, — en do krike er to halden: »Hy moast dy oare earst mar ris bitelje". Der bigûn dy smous to swarren en to bearen, dat Doue neat fen him ha moast, hy hie 't leste hwet er krike hie, ta 'n heale cent ta bitelle; Liuwe kastlein, en mear oare liu, dy der by sitten hiene, koene 't foarklearje. Dat waerd in raere neimiddei, Hans, dat sids ik dy. Ik mei der wol graech ris fen lëse, dat it tige hird om hird giet, mar sels sök ding to bilibjen, der is gjin aerdielheid oan. Do Doue nei hûs kaem

to thédrinken, ging de alde efter de milhûsdoar stean mei 'n ein kneppel in 'e hân. Maryke wier nearne to sjen. Ik moast op 't biem hwet ald hout stikken slaen, mar de lea staetten my sa oan, dat ik de bile hast net omheech krye koe, hwent ik hearde wol tröch de mölkenkeamers fenster, dat der ien siet to skriemen. Do Doue in 'e hûs kaem fleach Bartele as in hiemdögge ep him oan, hwet er der by sei, det wit ik net, it wier mear mal bearen as praten. Mar hy hie doch to gau klear west. Doue kaem him net onder de slach, mar makke linich dat er foart kaem, hy koe hirder renne as heit. Mar 't giet my yet kald oer de lea as ik er om tink, ho dy heit sîn soan de groue stok esternei smiet, en skreaude: »Dou fordomde oerkommeling! ren dou hwerst komme kenste, safier as de lost blau is; mar kom nea wer onder mîn dak, dou liger! nea, nea wer." — De jûns onder iten wier 't sa stil in 'e hûs krekt as der in lik boppe ierde stic; men hearde oars neat ao 't tikjen sen de deaklopperkes in 't hout, en 't klikkerjen sen de fensters tröch de wîn; Maryke siet wer in de molkenkelder to skriemen, en hieltiid siet my dat akelike röppen sen Bartele in 'e hölle: »Nea, nea wer!" — Dat wier in rare jûn.

Jan helle sîn doek út 'e búse en, sonder dat er 't for Hans witte woe, fage er de eagen elkes út. Hans stiek de piip ris oan.

»Do 'k thûs kaem," sa sorfolge Jan, »wier Doue by ûses; hy woe sîn harmonika ha, sei er. Hy halde fölle sen musik, en hy koe ek moai spilje, tocht my altiid. tominsten moayer as Klaes timmerman. Dat spilwirk hied er to mûk kocht en 't wier altiid by uses, om 't er 't thûs net sjen litte doarst. Ik sei tsjin him: »Hab mar gjin noed oer dy harmonika en bliuw to nacht by my. Mar hy woe de harmonika ha en ta de doar út; hy scoe wol in nachtforbliuw fine, sei er; hy woe yet ienkear in sîn memme hûs sliepe, al wier 't den mar in 't strie. Bündoar bigûn er to spiljen, mar sa oandwaenlik, Hans, omtrent op 'e wîse sen de honderdsechtiende psalm, mar dy wîse wier 't doch net. Nou it griisde my sa om dy fynt, ik woe nei Bartele ta, om him ris goed mîn mieming to sidsen, mar Berber woe

't net lye, dy kearde my tobek. En ongelik hie se net, hwent it scoe doch neat holpen ha."

»Hy scil Doue 't kaptael ek wol ontmeitse, safier as er ken," sei Hans.

»Dat wit ik net, mar 'k leau doch hy woe wol dat Doue wer thûs kaem. Ik hab him ris frege om in jas fen Dou's fen him to keapjen, for mîn aldste jonge; mar hy sei: »As er wer thûs komt mat er ek klean ha." — Oars ha 'k him er nea nen wird oer uterjen heard."

»Het Doue sîn klean den net mei?"

»De oare moarns by tiid, do de alde yet lai, hab ik him ta 't hantsjefenster ût klanterjen sioen, mei 'n lits bundeltsje goed by him. Hwer scil 't op ta?" sei 'k. »Nei loft en field," sei er; dat jowch er my altiid to halden as er net sidse woe hwer er hinne gîng,"

Fieder koene se der net oer prate, hwent de oare ongetîders kamen by hiar om fieder dat plak lân mei hiar dien to meitsen.

---

## VII. Sape sîket sîn Soan op.

---

Dy hele wike wier 't waer sa moai as in boer 't mar winskje koe. De iene moaye dei folge op de oare, de sinne like 't hird wer toriuchte bringe to wollen hwet se in de leste tiid forsomme hie. Gjin fette losten makken de liu bang, giin wolkjen wier der to sjen; mar renne en drave en skreppe en skoerre moasten se doch de hiele wike, krekt as der alle ameryen in tongergoat losbrekke koe om it kramtrieddroege hea wer tröchwiet to easen. De sniûntojuns halde elk let op en de sneintomoarns kaem der mar in bitsje folk in 'e tsjerke. Nei alderwenst stiene der doch foar tsjerketiid in stikmannich manliu foar de tserkedoar to praten,

dy 't kloklieden ouwachten om den nei binnen to gean. Krekt stapte Sape der stevich foarby, en oan 't paed dat er opgîng koe men bigripe dat er nei sîn lits pleatske ta scoe. Der stike nou neat in , scoe men sidse , mar hwet hy die wier altiid forkeard ; as der ût sîn dwaen gjin fenin to sûgen wier den waerd it er in brocht. »Dy man wirdt geandewei slimmer," seyen de mannen tsjin elkoar. »It is tröch alles hinne , ho 't dy frymitseler it weagje doar ; wils 't in oar opgiet nei 't hûs Gods, stapt hy der permantich foarby om wraldske dingen to biskrippen. 't Wirdt hege tiid dat dominy him wer ris in ourekken jowt ; mar eigentlik hoeft dat ek net mear ; oan him is doch gjin salve to striken."

Sape hearde dy praetsjes in 't foarby gean, mar hy glimke der om in him sels. Hy tocht oer dingen. De natûr wier der just net prachtich ; blommen wieren der net mear op 't field , op in hopen lannen lai 't hea oan 't swé, op oare stie 't oan reakken ; mar hy wier doch wol to moed by sîn kujierke ; de hearlike rook fen 't nye hea waide him fen alle kanten tomiette , en it fügelgoed wier fleurich. Hy tocht ris oer de saek fen Liuwe kastlein, oer 't tsiispakhûs, oer Hans Fetses en al sa. Hy mocht greach sîn dingen ris birekkenje; likwol wier er gjin nepert , yet minder iu inklauer, dy alles for him sels ha woe en in oar neat ginde. Hy kaem op 't earste stik lan fen sîn pleatske , en Franke, dy him oankommen sioen hie, roan him to miette. Hia seyen elkoar »moarn" en fregen sun, wils 't se fûskens.

»Mar," sei Sape, »hwet bist dou foroare jonge, in de tiid datst hier west heste. Jimm' mem het my wol pleage om 't ik sök swart fel ha ; den sei ik : »Swart is just net moai , mar better op in dûr as wit. Mar nou scoe mem raer heare as se seaeh hwet de sinne in de leste wike fen dîn moai wit fel makke het; as dat sa foart giet rekkest dîn famkes tronie kwit en allenne oan de blae eagen seil men sjen kenne, datste in soan fen dîn mem biste."

»Ho giet it mei hiar,?" sei Franke, »is se sun en goed ??"

»Tige best ; alles is in order."

Hia gingen to gearre nei de fenne om de ky to bisjen, en do se deroer en oer de haying sahwet útpraet wieren; frege Franke as der ek nys in Jinsenbüren wier; hwent hy hied er nou sa lang al út west, hy tocht dat heit alle bùsen fol hie. Sape lik-wol wist oars neat to forheljen, as fen sín deilisskip mei Bartele en Liuwe kastlein sín plan om in tiispakhús to bouen en in twade fearskip in de feart to liden. »Neimiddei," sei er, »scil Liuwe tink ik, mei'n pompier by de boeren en dorpslui lans, om hiar onderteikenje to litten, dat in twade skip for hiele Jinsenbüren fen belang is. 't Sprekt fen sels dat er by keapman Fink mei dat pompier net komme scil. Roel skipper is der ek min mei stichte; mar 't wirdt hege tiid dat er ris hwet party kriget, hwent alle liu kleye er oer dat hy krekt docht sa 't er wol, om 'ter allenne 't spil in 'e macht het. Net allenne dat er hege frachten nimt, mar as der apels, parren, koeke, of hwet er fen söks mar wêse mei, mei 't skip forstiûrd wirdt, dat krye de liu nea ongeskeind thûs, altiid kenne se sjen dat er fen gnöbbe of gnibbele is. Kleye se der oer, Roel ken 't him net bigripe ho 't wier wéseken; hy haldt him onnosel. Nimenken him forklappe, hwent hy fart mei sín eigen jonges. Hy het ris in fynt hawn, dy koe net to goed swye; dy wist wol to fortellen, dat as men in flesse fol wetter op 'e kop in 't doukgat fen in fet föl jenever of brandewin set, den sakket it wetter nei onderen en de flesse lukt fol drank."

»Scoe dat onderteikenjen hwet wirde scille?" sei Franke.

»Dat tink ik wol," sei Sape, »hwent it hoeft gjin jild to kostjen. As men de liu in hiar eigen huis oansprekt, den onder-teikje se hast alles hwet men ha wol. Ien allenne as gau oer to heljen; het men in stikmannich by elkoar, byfoarbielde in de herberge, en der benne ien of twa dy fry hwet tsjin sa'n ding in to bringen ha, den is trochgeans de boel bidoarn. Dit is my in biwiis dat de menske in 'e grûn goed is. Mannichen scoe ta in flinke tinker to meitsen wêse, as men him mar allenne onder bishandeling hie. Mei de greate heap likwol is net

fölle to bigjinnen ; dat jowt neat mear as hea-terskjen. Der is gjin eare aan to bisheljen."

»Mar," sei Franke, »licht is 't ek goed for de maetskippy, dat ien allenne net docht hwet er wol woe, as er neat om de mensken jowch." Japik ûs setboer seit : »Jezus naem toalf apostels om 't er wiste, dat ien net alles útriuchtsje en bifetsje ken."

»Safölle höllen, safölle sinnen," sei Sape.

»Mar der benne doch gjin dommer dieren as de skiep ; as der ien oer de daem giet föttelje de oaren him allegearre esternei."

»Mei din sprekwirden en aldwive-wiisheid lit ik my net forsette. In de measte gefallen dögge sikerwier de goede hu krekt as de skiep dy se for dom útmeitse. Hia haetsje, by foarbielde, sels de foetstappen sen de man dy dominys friûn net is."

»Nou ja , mar hwer komt dat sen denne ?"

»Dat dominy dominy is."

»De hoeder," sei Franke, »der de gemeinte him aan tabitrouwt. Derom is 't gjin nîget dat de iepenbiere miening ...."

»Hwet praeftste sen de iepenbiere miening ? ! Der is gjin iepenbiere miening. Hwet dominy of de gritman of Liuwe kastlein seit , dat is iepenbiere miening ; to sidsen, dat bliuwt in de lege koppen hingjen , sa lang as der ien komt , dy wer mear infloed het, yet lûder röpt en wer hwet oars seit."

»Dertrôch ontstiet mar it dagelikse geswets."

»Dat is 't selde hwet ik mien."

»Ne heit, dat liket neat."

»Nou goed, leau dou hwetst leaue kenste ; ik leau allenne hwet ik leaue *mat*, en hwet Jan en Klaes en Trin en Griet der sen sidse scille, der bikroadsje 'k my net oer ; dat dögge hûchlers en doge-neaten. Forstannige liu libje , leaue en haetsje for hiar sels , hwent hia witte dat in 't algemien nimmen ongeskeind er lans komt. Japik het dy de hölle fordrait. Ik woe dy wiser ha ! Is 't better dat men nei de insichten sen oaren hannelt as nei iens eigen ? Wrâchtich net ! Ontofredenheid mei ien sels , it slimste hwet ik wit , — wirdt it lean der for. Gjin ien ken in

wierheid, dat is inerlik better wirkte, sa lang as er him oan de saneamde iepenbiere wierheid steurt. Ut onfrede mei ien selsken onmogelik hwet goeds foartkomme. Mar lit us hier in speald by stekke, dou kenst er sels oer neitinke, aste it tinken yet net forleard heste, — en dat hoopje 'k net, al hab ik Japik for in forkearde liedsman kennen leard. Ik hab yet hwet nys for dy fen immen, dy by de iepenbiere miening ek net in in beste röp is; mar dou scitte 'm derom yet net forgotten ha. Ik hab in brief fen Doue."

»Ei kom! — hwet skriuwt er?»

Sape jowch Franke de brief oer en sei: »Meitse 'm sels iepen. Hy het my op 't omslach skriuwn dat ik him dy ticht oerjaen moast, en gjin menske der hwet sen sidse.»

»Gans in lape pompier!» sei Franke, do er de brief út 'n oar tearde. Hia gingen togeare op in wringe sitten, en Franke lies.

Beste Friûn!

Ik hab altiid fölle fen dy halden; en in de freamdte hab ik faek om dy tocht en winske dat ek dou en Maryke my net alhiel forjritte scoene. Dou hest it tige goed by din heit en mem! As min mem yet libbe, wier 't, leau 'k mei my ek sa net komd, lik as 't is. Mar 'k wol nimmen biskildigje as my sels. Ik hab my net noch skikt nei de liu der 'k mei omgean moast. Men wirdt doch alle jierren in bitsje wiser en de onderfining bikôget ien de earen. As 'k min libben yet ris fen 't fierde jier ou op ny biginne koe, leau my, Franke, den waerd Bartele Doue net wer pakhûfsynt to Westerwald. Min heit seil, tink ik, neat fen my witte wolle, derom skriuw ik oan dy; de brievefracht scil dy doch net bigreatsje, hwet Jinsenbürster synt er ek út dy wûchsen wèse mei. Ik wol dy meidele ho 't my gien is, sont ik min heite hûs forlitten hie.

Jild hie'k net, dat hwet makke; in de neiste krite woe 'k gjin plak siikje en in de freamdte woe 't net gau slagje; sa kaem ik al hwet in 't near. In de Walden fûn ik in man, dy as synt ris by us heit in de ongetiid west hic; dy wier der nou

boer, hy hie in boerinne troud en wier sa in 't goed fallen. Ik  
 freege him as er my ek sidse koe, ho 'k it oanlidse moast om  
 my oan to jaen for soldaet: hwent dat hie 'k do wrichtich in  
 't sin. Mar hy redte 't my ou en sei, ik koe by him wol in  
 tsienst komme, en dat naem 'k mar oan. Mar dy sköbbert  
 miende dat er mei my dwaen koe hwet er woe. Arbeidsje moast  
 ik by 't liiffol, item krike 'k pas heal enoch en 'k fortsienne hast  
 neat. In hūnelibben hie 'k der; mar dou kenst my goed enoch,  
 dou wiste dat ik de moed net gau opjow. Ik naem de silen op 'e  
 hakken en ging de wide wrald wer in, sonder to witten hwer hinne,  
 Min heit het my neat leare littin; ik woe dit wol en 'k woe  
 dat wol, mar ik koe neat, en 'k mocht bliid wēse dat ik einlings  
 plak krike in in great fellepakhūs. Do wier 'k sa fry as ik 't  
 winskje koe. Ik stie alhiel op my sels en nimmen bikommere  
 him om my, as sökken der 'k hwet oan skildich wier, en dy  
 wieren der net fölle. Sneintojūns siet ik al fölle in de herberge,  
 hwent oars koe 'k nearne gean; ik wier by elk freamd. Der  
 hearde ik swetsen sen dit en sen dat en ek sen Amerika. Der  
 waerd safölle sen forhelle, dat ik er sin oan krike om der hinne.  
 Fölle minder koe 'k it der ek al net krye en 't jowch ris for-  
 oaring; sa tocht ik. Ik sei tsjin min maten: »As ik min moers  
 kaptael hie, den ging ik nei Amerika, sa wis as hwet; mar min  
 heit scil 't my net ûtkeare wolle.” — »Dat mater er ûtkeare” swet-  
 sten dy oaren, en hia prætten 't my sa oan, dat op in sneinto-  
 moarn, pakte 'k min sober boeltsje by elkoar en ik ging ier en  
 bytiid op reis nei Jinsenbürren. Earst wier 't my krekt as 'k  
 in jui in hie, mar dat bidarre al nei 't ik tichter oan hūs kaem.  
 Dou kenst er op oan der sit hwet in de lost sen iens berteplak,  
 sahwet der immen in 't earst de wetterlanners sen oerrenne; mar  
 de tabaksreek fordriuw dat wer. Ik seach de alte bikende tsjerke  
 en toer, ik hearde niunkelitsen de klok liedien en de mensken  
 praten in de tael der ik ten jongs oan wend wier. Ik hie wol  
 sidsen heard, dat immen derby sa woltoenoed wēse koe; mei my  
 wier 't riucht oars om. As der my tofreden laitsende mensken

metten, dy hie 'k in klap oan de caren jaen kend. Mar den waerd ik ek wer flauwoedich. Ik naem 't foar my om thûs to bliuwen en my goed to halden, as heit him goed tsjin my halde woe. Mar doch — dy dîvel Teake! — ik woe earst yet ek ris goed mei him ourekkenje en him ris tige de wierheid sidse. De moandeitojûns let kaem ik in de bûrren oan; ik wier bliid dat ik er freamd enoch utseach, om sen nimmen mirkbiten to wirden. Ik scoe my foar alle mensken skanme ha, allenne foar min heit net; foar him woe 'k stean gean in min earmtlike tastan en tsjin him sidse: »Siuch nou ris, fromme man! hwet jy sen jou ienichste soan makke ha.”

Mar der kaem 't net oan ta. Ik woe net nei hûs ear 't it goed tsiuster wier, derom ging 'k earst nei de herberge. Rinske fage foar de doar de striette hwet ou. Hwet wier hia great en knap en stimmich wirden. En hwet waerd ik mal in 'e hûd do hia my oanseach. Ik wier in earme swerveling, jild hie 'k mar in hûtsje, mar 'k hie doch for gjin hûnderd gûne wold dat hia my kend hie. 'k Wier sa skrutel krekt as ik stellen hie en 'k makke dat ik in 'e hûs kaem. Der wier gjin ien en ik hearde dat Rinske tsjin Liuwe sei: »Omke, der is in kerel, dy stean ik neat, mar ik wol net lieafst nei him ta.” De kastlein kaem in en jowch my hwet ik easke. De bern seagen ta de glêsen in en de grote seyen tsjin de litse: »Gau nei hûs! dy rare kerel wol dy opfrette.” Der scoe 'k op in oare tiid om lake ha; mar do wier 'k hiel oars to moed. Om nei hûs to gean, dat forskoude 'k ta de oare moarns; ik sei tjin de kastlein, ik woe wol bliuwe; dat koe wirde en ik ging by tiid op bed; mar sliupt hab ik net. »Hwet scil Maryke tinke, — en heit, — en Rinske? — Hwa ben ik eigentlik? Ken ik de skild fen alles op in oar smite? O, hwet koe 'k it best ha en lökkich wêse, as 'k my goed halde hie!” — Sa lai 'k to mimerjen; mar ik ken dy alles net skriuwe hwet ik dy nachts wol tochte, de brief wirdt oars al lang enoch. 'k Scil dy yet kort meidele hwet ut dat tinken foart kaem. Heit en Maryke moasten my sa net sjen, derom ging 'k

de oare moarns al foar sinne-opgong wer ta 't dorp út, en ik roan dy hiele dei krekt as se my ester sieten. Nei min ald plak woe 'k net wer; en 't slagge my om onderweis in in herberge plak to kryen as stalltynt. Dy der neat om jowoch, dat se him de gek oanstieken en útgriisden, koe der forkeare; mar ik koe der op in dûr net bankje. 't Moait my doch yet dat ik er wei gien ben, hwent hier to Westerwald ha 'k it ek lang net best.

Ik forsiikje dy tige om sen disse brief tsjin gjin menske hwet to sidsen; tsjin Maryke en Rinske foaral en bilieaven net. Skriuw my ris ho 't thûs giet en ho raer as se opsjen scoene as ik ris onforwachte opsetten kaem. As se my mar binne doar lieten. In plak scoe 'k allike goed siikje as de boer in 'e himel, dy ging op sin hoed sitten, mar ik in min heite hûs. Friûn, ik ben net mear de alte, en dat wol ik net mear wêse. Ik hab dildsjen en dragen en my to skikken leard. Ik ken alles, as ik wit hwerom. Trye wike ha 'k wirk hawn om disse brief to skriuwen; alle sneinen hwet; dat fortsiennet fest wol in antwird. Skriuw my gau of foarearst alhiel net; hwent ik wol gau wer in oar plak siikje.

In de hope datste gau skriuwste bliuw ik

Din Friûn

Doue Bartelees Harkema,

Pakhûsfynt to Westerwald.

»Dat is in earnstige brief," sei Sape, nei in poas stilswyen.

Franke wier yet ris bigûn to lësen; iensklaps frege er: »En miencjy nou dat Doue in hûchler is?"

»Ont nou ta net."

»Of in domkop?"

»Dat leau 'k net. Mar hwerom döchst my sökke fragen?"

»Omdat hy onder 't oardiel en de mieningen fen oaren yet net onforskillich is"

»Jawol. Nou ik tink der oars oer. Onder 't lësen is my in redenasie fen Melle kûper to binnen sketten, der 'k faek om lake hab, mar dy 'k hioed for 't earst goed bifestige siuch. Der waerd

ienkear oer my praten, en der waerd yet hwet oan my to priisjen fún. Do sei de kúper: »In hopen geskreau mar weinig wol. It bistiút neat, jimme meye 't nimme sa 't jim wolle. Mei Sape jowt it gjin goed ein; jimme scille 't sjen, hy giet er oan, ho mansk er liket, hwent in 'e grún is er neat." — Dy redenasie fen de kúper hab ik nea forgotten; al wier dat net haetliker as hûnderd oare, it is my doch djepper gien. De fieling fen forachting leit er sa folút in, dat ik 't nei dy tiid altiid brûk om dy fieling to uterjen. Nou kaem 't my wer in 't sin. Dy Doue mei sín onmachtige wrok en sín domme heechhertigens, dy goed-like mensken skeamte neame, lit him kenne as 'n earnhertige fint. Hwerom is er net by my komd? Hy rekent to fölle, en men ken 't fornemme dat er altiid by Bartele hûshalden het. Ik siuch wol, dou tinkst oars; — 't is my goed! — mar sa'n myene stumper is min man net."

»Der gjin skeamte is, der is ek gjin eare," sei Franke.

»Hald op mei dy aldwîvewisheid."

»Sprekworden benne iepenbiere mieningen. Ik ben der mei bigûn om se by'n oar to sammeljen en se nei to plüsjen."

Hia gingen op nei hûs. »By de alte Bartele," mompele Sape, »past Doue doch net mear, hy mei wêse hwa 't er wol. De stegeheit en de licht biwegelike soan renne to fier út elkoar. En, tocht er by him sels, — 'k ha wrichtich sorch dat it mei Franke en my ek sa stiet: Sa 't er my nou foarkomt woe 'k him net hawn ha; mar sa scil er ek net bliuwe. 't Mei safölle kwea net, dat er iens is mei de liu der er mei libje mat. As er wer in 'e bûrren komt, scil er wol wer oars wirde; hier heart en siucht er der neat fen hwet er in 'e wrald omgiet.

»Kinst ridlik mei ús setboer oer wei?" sei er tsjin Franke.

»Tige best," sei de synt. »As alle mensken sa wieren koe men oaraal mei wille wêse."

»Japik is ek al lik as de measte liu benne," sei Sape, en 't wier oan him to sjen dat er derby riucht onforskillich likje woe.

»Ik scoe bliid wêse as de measten sa wieren," sei Franke, en

nou woed er yet ris oer Doue prate. Him tochte Maryke moast de brief doch sjen. Dy wist er best op to antwirdsjen en koe sidse ho 't thûs stie. Mar Sape sei, dat hie yet wol tiid, en do bigûn hy wer oer Japik. Mar fen dy man, der Sape net bot fen halde, woe Franke tsjin sîn heit goed noch kwea sidse. Elk fen hiarren tocht nou sîn eigen. Sape mompele: »As 'k witten hie, dat Japik sök bier in 't fet hie, den hie 'k Franke hier doch net hinne ha wold.”

Hia gingen in 'e hûs. Japik en de fynt en de faem sieten by de tafel, der de koffy op klear stie. »Kom, it is hier ommers ek al snein, al benne jimme fier sen de tsjerke ou,” sei Sape, do er seach dat se allegearre eptich forklaid wieren en in 't testament liesen.

»Jawis,” sei Japik. »Jy tinke licht dat it for ûs de moeite net wirdich is dat wy ûs forklaye, krekt as dat wy nei tsjerke scoene. Mar wy fiele ûs sels fölle sneinhastiger, as wy 't stof fen de wike wer ris ouskodsje.”

Sape halde dat sidsen for in skinheilich praetsje fen in fromme koalforkeaper. Mar hy hied er gjin bigrip fen ho lang de snein falle ken for liu dy sa fier op 'e rönte wenje, as se gjin tiid ha om nei tsjerke to gean. De tsjerke is for fölle ienfaldige dorpsliu it ienichste plak der se 't geskrip en de sorgen fen 't libben in poaske forjritte. In de tsjerke bisiikje in hopen liu wiks ienkear as se yet lèse kenne, der siugge en hearre se it moaiste hwet se komme to hearren en to sjen, en dat tsiennet hiar om to forgelikjen as se hwet bysonders biskriuwe wolle. Moai mûzikspiljen giet »krekt as 't in orgel is;” immen dy mei hwet earringeswai op sîn sneins oer 't goede prate ken, en oanspraken by bigrafenissen halde—, ken 't wird dwaen, »suver krekt as in dominy.”—Kenne sökke liu soms net nei tsjerke ta komme, hia lèse en psalmisonge se, faek wol krekt op 'e selde tiid en allike lang as se oars in 'e tsjerke benne.

Sape, dy oeral de skaedside seach, halde söks for in earmherlich festhalden aan formen. It dageliks wirk en de troue plicht-

bitrachting in iens bidriuw wier by him it foarnaemste, derom sei er tsjin Japik: »Ik for my hald fen sökke uteerde dingen net. As immen der bidaerd nei ta libbet, en sin saken in order haldt, scil God wol mei him tosreden wêse, al komt er sin libben net in 'e tsjerke.”

»Ik hoopje dat er mei my tosreden wêse mei,” sei Japik, „mar as men de hele wike mei iens tidelike dingen skript, den is 't net forkeard, dat men sneins ris fen hwet oars heart, oars wirdt men al te wraldisk.”

»It troue wiernimmen fen iens dagelikse plicht is by my de beste godstsienst.”

»Dat hab ik ek lang miend, mar foar in jier twa het dominy in preek halden, dy het my gans in omtinken brocht. Do sei er: »For de tidelike arbeid kriege men ek tidelik lean; mar by de sorge for 't tidelike moast de menske ek net forjitten hwet de Heare fen him easke, as er hwet oars wêse woe sa in by of in eameler, en oare plichten en oare sorgen ha as sökke bisten.” Sa sei er.

»En ho habbe jy der by tocht?”

»Dat er my der mei miende, en dat hied er tröffen.”

Sape seach Japik forwondere oan. By him sels moast er bikenne: »Dy kerel is better as dou.” Sin eigenlieafde kampe likwol mei de fieling fen achtung, dy er for dy man bigün to kryen. »Seit dou dy ek, lik as Franke, foarby prate litte en op din alde dei bigjinne it blinc leauen hwet to achtsjen? Né, for in man is sa'n demmenheid gjin deugd.” Dat wieren de oertinkings der Sape sin swakkens mei blikampe, en do er de oerwinning miende bihelle to habben, sei er laitsend tsjin Japik: »Dominy mat fen sin godstsienst ite; hy het goed praten, mar ús jowt nimmen der hwet for.”

»Dat wier doch gjin antwird op sa'n preek,” sei Japik.

Dat fieldc Sape sels ek wol, en 't roude him dat er him sa swak en flauhertich kenne littien hie. Mar 't wier der ienkear út, en nou moast er Japik sjen litte dat er riucht hie om ontofreden op dominy to wesen, en alles, hwet fen him kaem, to

lekjen. Hy sei, sa 't like alhiel koelbloedich: »It giet jo mei dy preek lik as my mei in oaren, sen de falske profeten.«

»Söks mat immen wer forjritte, al wier 't net alhiel sa 't hearde; wy benne allegearre mensken mei lekken en brekken, dominy ek,« sei Japik.

»Mar,« sei Sape, »habbe jy, het ien in 't hiele dorp dat forgotten?« It wier in poaske sa stil dat men in speald fallen hearre kend hie. »Net ien het it forgotten, suver net ien!« rop Sape, en weamoedich praeitte er fierder: »Do ik foar lik enoch tritich jier in Jinsenbürren werom kaem, woe 'k de liu oars neat as goed dwaen, en foar alles woe 'k de friûn wêse sen alle earmen en liu dy forongelike waerden; hwent ik hie 't sels onderfün hwet sökke lui soms ûtstean matte. Ik miende ek to witten hwer 't oan hapere: hiar godstienst wier form, skinheilich foardwaen, lui deljaen onder Gods wille en dom bygelove. Nou miende ik der tsjin kampje to kennen sonder it wiere kristendom skea to dwaen, en ont hioed de dei ta hald ik it for in min teiken, dat dominy der oars oer tochte. Mei elke preek brocht er my in minachting by de dorpsliu, briek er de ban stikken dy my oan oaren bûn, oan liu dy my goed dien hiene en dy ik ek goed dwaen woe. It wier in gelök for my dat ik drokte hie dy min tinken tige besich halde.«

De fynt, al in alte knaep, dy er wol wêse doarst, hie oan diss' tiid ta swige; nou sei er: »Scoe de skild ek by jo sels lidse, boer, in pleats sen by dominy, dat jy fyanden krike ha? Jy habbe geastelike noch borgerlike oerheden ontsioen; hwerom achtsje jy sökke liu net, lik as 't heart?«

»Ik achtsje elk dy my achtenweardich foarkomt.«

»Miene jy den dat alle liu forkeard benne, dy sa net benne lik as jy se ha wolle?«

Sape sei neat mear; it iten wier dien, hy ging ta 't milhûs út en sloeeli de doar heftich ester him ta. Japik en de fynt gin-gen ek bûten doar en do Sape aan de hüsside stie, hearde er hiar praten sonder dat hia him seagen.

De fynt sei: »Ik koe my net mear stil halde, ik tochte, hy nimt altiid fry praten, den mat er 't fen in oar ek fordrage. Hy is in raer man; as sijn wiif er net wier, den kaem er nea in 'e tsjerke."

Japik sei: »t Komt my doch foar dat er sa slim net is as 't wol liket. Mar hy het in hekel aan dominy en 't sprekwied seit: »Dy de keapman net lye mei lekken sijn waren." Ik leau, hy docht in hele boel om mar tsjin dominy en sijn leare to dwarsdriuwen."

Sape woe dy twa net mear biharkje, hy ging der wei. Franke kaem by him en stelde foar om 't lân yet ris tröch to kuyerjen, hy naem dat oan, mar hia praetten net fölle mear. Sape koe 't him sels net bigripe hwerom 't er tsjin dy twa kerels bigün wier. Hy wier ontosreden oer him sels, oer Franke, oer Japik en oer allegearre. Franke krite jimmer mar heale antwirden fen him, hy mocht bigjinne oer hwet er woe; sadwaende wier er op 't lest bynei bliid, do heit fen nei hûs gean bigün to praten.

Onderweis tochte Sape er oer ho forkeard as 't wier dat Franke der deis by dy Japik forkearde. As 'k him der de hiele simmer bliuwe lit, tocht er, den kry 'k by 't hearst in pleats fen Franke in skepsel thûs, dat fen dy kerel biwirke is. It stie him net oan dat Franke 't safölle mei Japik op hie, »dy onbikouene domme kerel, dy net fölle heger stie as de ky der er mei omging." Doch skreau Sape alles hwet er oan Franke foroare fûn, oan Japik ta, en ek for de takomst freesde er sijn infloed. En in sommige stikken hied er himsels swak field tsjinoer dy man.

Japik wier bikend for in bidaerd evenredich man, dy net gau fen sijn stik rekke en by wichtige omstandichheden droech wei plichte to sidsen: »De wrald hinget net oan ien spiker." Hy hearde by gjin party, by de riken noch by de earmen, mar elk mocht him wol lye; Sape allenne net. Dy koe sökke koelbloedige kerels yet minder dildsje as sijn tsjinstanders. Nou hied er sorch, Japik scoe Franke sa onforsklich meitse, by alles hwet er om ta ging, as er sels wier, en sa sijn plan foridelje: om fen

Franke in iepenbiere wierheid-sprekker to meitsen. Sin ienichste treast wier, dat it for de twyntichjierrige Franke onmogelik wêse scoe om nei de ïnsichten fen in trye-entrítiger to libjen. Dat de grûnen, dy Sape mei sîn opfieding lei, net fölle to bitrouen wie-  
ren, hied er nou onderfün. »Der op 'e romte mei er him alles ïnbieldsje hwet er wol,» sei Sape, do er thûs wier, »en dat mei him berhaftich nochlik wêse; as er wer ris hwet bilibbet, scil er, hoopje 'k, sîn sprekwirdwisheid wol wer ouleare, en, inpleats fen to dromen en to mimerjen, hanneljen leare.»

---

## VIII. Franke leart mensken kennen.

---

Op dat litse pleatske fen Sapes waerden in stik of tsien ky molken; om 't er 't net nei sîn sin forhiere koe, hied er der in setboer op, dy mei in synt en in faem de bûrkery bistûrde. Do Franke der sin aan hie om der in simmer tröch to bringen, redten heit en foaral mem him dat dat ou; mar hy halde mar oan, hy sei: »It wier der thûs sa ientoanich, hy woe ek ris hwet oars bilibje,» dat op 't lest waerd it him tastien. It like Sape net forkeard ta dat Franke der jinsen hwet mei op 't spil taseach. Hy halde 't er for, dat jonge derom sa hiet wier om der hinne, om 't er him thûs doch gjin omgong mei de domme boereknapen tastie; mar hy leaude ek, dat er Franke nou al sa goed feststeande makke hie, dat er him wol nei dy mensken tagean litte koe. Hy hie 't net in 'e rekken, dat sîn strange opfieding de oarsaek wier fen Frankes winsk om mar ris for in tiidlang ta 't dorp út to kommen.

Fen jongs op hie Franke neat faker heard as 't kleyen oer de dommen en ondogensheid fen de mensken. Nea doarst er fen hûs, as 't net moast; »om,» lik as heit him rûnût sei, »om tröch oaren net bidoarn to warden en allike ondogens as hia.» — Sels

In de skoalle wier er net lik as de oare bern, der waerd er al as in aparten ien ûtlake en skoudere. Woed er in oare jonge hwet sidse of ta 't ien ef 't oar helpe, den krike er to halden: »Ja, wy witte 't wol, datst dou de geleardste biste." Klage er heit oer söks sin need den sei de alte droech: »Ja, ja, sa benne se allegearre; 't is in gelök for dy, datste hiar al jong ût eigen onderfining kennenlearste." — Der ging Maike in stek tröch 't hert sa faek as se sök praet hearde, mar hia wiste dat Sape gjin tsjinpraten fele koe; allenne as er 't nei hiar sin hwet al to hot makke, kaem se der tsjin op, al wist se foarut hwet der ût foart kaem. Tröch in tiid libben se fredich mei elkoar, hwent hia koe him krekt, en wist de hulten en bulten to myen. In alles jowch se him ta safolle se koe, howol in hopen dingen, foaral Franke's opfieding, hiar net oanstiene. Franke hie, do Bartele Doue foart wier, gjin ien friûn mear. De synten fen sin jierren net allenne, mar alle mensken in 't dorp stieken him de gek oan en hiene in pik op him. Sels de arbeiders, dy by Sape in 't wirk west wieren, laken him efter de rech ût en seyen: »Dommer fint as dat ien wier koed er net komme. Dy wist nearne oer to praten as oer dingen dy er in sin heite boeken lesen hie, hy hie 't mear op 't liif mei de swarte mensken in freamde lan-nen as mei sin búrlius swartbonte ky; altiid woed er gelearder wêse as in oar, en fen 't jinge er om him hinne tagîng en der eltse boer forstan fen ha moast, wist hy neat mear as de bölle fen de noardstier." Maike, dy sökke reden faek hearde tröch de mûrren hinne, koe 't net litte, foaral op sneinneimiddeis, om soms tsjin hiar man to sidsen: »Sape, dou makkest fen ûs jonge in biustere eigenwise, sinnige mar ongelökkige fint. Siuch ris ho 't alle jonge knapen plesierich by elkoar benne; elk fint in oanhald, ûs Franke allenne het nimmen ta triûn. Stîmsk en gnorrich sit er by sin boeken of stiet in sin ienlikheid foar de doar, krekt as er nimmen taheart. Fen sels, hy haldt him sels for braver en wiser as de oaren, derst dou om lakeste en op skimpste. Mar min lieave man! ho scil er for sin meinensken

hwet goeds dwaen kenne, as er hiar net kennen leart en se net lye  
mei?" — Op sökke forwiten jowch Sape hiar, soms koelbloedich,  
soms hwet heftich, to halden: »Men ken ien oan alles wenne en  
men went ien ek oan alles. Dy in ure fn in keamer is, for-  
nimt it net mear, al rûkt it er noch sa fen sipels. Franke  
mat likwol net onforskillich wirkde onder de lekken en brekken  
fen oaren, trôch dat er der oan went; earst as er fest stiet en  
op him sels, mat er him onder de mensken jaen. Fen hiar to  
halden hoeft er hiel end al net. As er it goede mar die om hiar  
to bilieafjen, den wier 't neat wirdich. 't Mat sîn nocht net wêse,  
it lôk fen de meimensken to biforderjen, mar sîn plicht; hwent  
derta hab ik him oplaedt."

Sökke reden kamen Maike heislike hird foar, mar selden  
weage se 't der hwet tsjin to sidsen, mcaestentiids gîng se ta de  
doar út om hiar triennen to forbergjen. Franke hie 't al faek  
bimirken, dat heit en mem onienich wieren om him, al hie hy  
der gjin skild oan. Hy jowch sîn heit wol gelik, hwent sîn oardiel  
oer de mensken fûn er jimmer bifestige, mar de spotreden  
dy er sen heit hearre moast diene him doch sear. As hy forongelike  
waerd koed er der sels net om laitse, mar wol k!eye, sadwaende  
wier er, om 't er doch mear of minder mei de mensken omgean  
moast, mar selde riucht fleurich. Derom wier 't gjin wonder,  
dat er wol ris ta 't dorp út woe, der er in de friûnskipssuchtige  
jierren gjin ien friûn fine kend hie, en ek út it hûs, der er in  
de leste tiid safolle sioen en heard hie, dat sîn bernlik selfielend  
hert sear die. De winsk om ta it dorp út en onder de mensken  
to kommen wier sa sterke in him worden, dat er mar stiiffest er  
op stie om nei 't lits pleatske to gean, sonder to bitinken  
as dy liu der wol mei him fñnomd wêse scoene.

Do er der oankaem sei Japik tsjin him: »Komst hier nou  
om fen ûs it boerkjen to learen?"

»Dat koene jy wol redt ha," sei Franke »ik hab er my thûs  
aan diss' tiid ta yet net folle mei bimoeid; derom scille jimme  
hwet gedild mei my habbe matte."

„Dat mat men stadich-oan mei alle mensken ha,” sei Japik.  
 „Dou mast dat, ik en elk, dy fredich en pleisierich op de wrald libje en mei alle mensken goed oer de wei komme wol. It is altiid dom, tröch eigensinnigens en ongedild ien sels en oaren it libben hird to meitsen, en tige dom scoe dat hier wêse; wy matte mei ûs fioueren op 'e romte libje en kenne by nimmen ûs tasflecht nimme as by elkoar. Wy kenne hier sa fry en frolik wêse as fûgels in de löft, as wy ûs aan elkoar fest halde, elkoar onderriucht en goede rie jowe en sen elkoar oannimme wolle, sa faek as 't nedich is.”

Franke hie 't in 'e rekken dat dit sahwet in warskouing for him wier; hy seach Japik oan, en sei neat. „Ik leau,” sei Japik, „datste der wol hwet op sidse wotte, en dou dochst it net, licht wol om dalik gjin stridery to biginnen. Mar dat is net sa 't heart; hwent in laden gewear is faek gefaerliker as in skoat, der men for op iens hoede wêse ken. In dit stik habbe wy elkoar gjin lessen to jaen, mar ik forsikkje dy — just om de wille sen de lieave frede — draech doch nea ongemirken ladene gewearen by dy; sids altiid rûnût din miening en krekt sa 't dy op 't hert leit; den witte wy hwet wy oan dy habbe, en kenne dy tsjinsprekke of din miening oannimme.”

„Jy habbe gelik!” sei Franke, „en jy scille sjen, ear 't de simmier heal to 'n ein is, wirde wy tige beste friûnen.”

„Ja, dat winskje 'k en hoopje 'k,” sei Japik en do gîng er nei sîn wirk.

Franke seach him mimerjend efternei. Sa fry en iepen hied er, bûten sîn heit, yet nea nen menske praten heard. Tsjin de rike boeresoan doarst nimmen fölle sidse, de liu hiene mar wakker nîget oan him en in hopen wille, as se wer ris in domme set sen him to fortellen wisten. Do nou Japik him sa mar in ienen aan praette, koed er him dat hast net binye, en hy halde 'm stil, omdat er dalik by sîn oankomst gjin spil meitse woe mei de man, der er nou foartoan deis mei omgean moast. En do Japik him dalik derop sei, dat er altiid fry-ût sidse moast hwet him

op 't hert lai, do wier 't him in ûtmakke sake, de man miende:  
 »Dou mast nou for jitte, datst riker biste as wy, oars kenne wy  
 dy hier net brûke." Franke leaude dat Japik sîn foarnamens  
 hwet freesde, en sa hied er 't eigentlik lieafst, hwent den koed  
 er trôch sîn goedwilligens, om to dwaen hwet Japik sei, de man  
 safölle to lichter for him innimme. Ek yet op in oare menear  
 tochte Franke der nut sen habbe to kennen. As Japik him bi-  
 skôge for in boeresoan dy op sîn stik stie, den koe 't him in  
 wille wêse om de foarname synt by eltse gelegenheid sîn insich-  
 ten mei to delen; den wier Franke net needsake om jimmer  
 trôch freegjen sîn onkinde bleat to lidsen, mar trôch Japiks or-  
 ders trou op to folgen, koed er him by de man bimind meitse. —  
 Sa rekkene Franke en biwiisde dermei dat er sîn heite onder-  
 riucht wol acht slein hie, dy ek jimmer en foar alles de swakke  
 punten en litse lekken en brekken sen oaren socht út to finen.  
 Allenne sîn eigen lekken en brekken bimirk Sape trôch 'e tiid  
 net. Hierin wier Franke, dy sa faek tiid en gelegenheid hawn  
 hie om mei him sels beusich to wesen, in 't foar by sîn heit,  
 dy in sîn plak fest lang net goedwillich enoch west hie, om him  
 sa alhiel onder de wille en sjenswisse sen oaren del to jaen.  
 Franke koe likwol sadwaende ek fölle better oer wei mei Japiks  
 synt, sen hwa 't er him willich riede en liede liet, — as dat er  
 de grûnstellingen folge hie sen sîn heit, dy plichte to sidsen:  
 »Net sen hearren en sidsen, mar trôch dwaen ken men hwet  
 leare, en trôch skea dy men sels lyt wirdt men wiis."

De synt wier der net in bitsje great op, dat er ek ris in rike  
 boeresoan for 't hietten en gebieden hie. It wier sîn swak dat er  
 graech orders jaen mochte; by Japik wier 't mear in needsake-  
 lik ding; hy halde sen order, en hy hie nea hwet to bifellen  
 as dat sîn siucht nei order him derta dreau. Derom die 't him  
 pleisier dat Franke sa willich en folchsum wier, en hy seach  
 mei wille dat de jongsynt him iverich talei op alles hwet de  
 boerkery oangîng.

It kaem de goede Franke mei dat al soms wol ris hwet gek,

ja sels forachtlik foar, dat er him sa fen dy kerel stiûre liet as in bern. Sin fieling fen eigenwearde, dy geandewei oanwoan, liet him net mear delbedsje mei 't tinkbield, dat er nou in sin leartiid wier, en 't orders jaen leare moast tröch sels onder orders to stean. Hy moast tominsten doch ris blike litte dat er lang net ien fen de domste wier. Hy bigûn derom oer dingen to praten dy for de oaren alhiel ny en freamd wieren. Mar hia stelden der net fölle bilang in, en sin gedild hie mannich hirde proeve tröch to stean, as er de domste tsjinspraak en de lompste spot eanhearde moast. Gjin ien droech der »in laden geweer" by him en de synt en hy scoene licht kwea friûnen werden wêse, as it tinkbield dat se alle dagen mei 'n oar omgean en arbeidsje moosten, hiar net in stokken halden hie. Onder iten hiene se faek heftige strideryen, mar as elk sin wirk wer oansette wier dat ek wer forgotten. It wirk wier de ban dy dy trye jimmer fester oan elkoar knotte. It koe net oars as dat de liu, dy Franke sa onder hiar bihear hiene, moosten ek iusfloed op him krye; de foaroardielen dy sin heit him inplante hie tsjin it »domme boerefolk" liet er farre, en faek moast er by him sels bikenne: »Hia benne eigentlik lang sa fier net mis as ik in min eigenwîsens oan diss' tiid ta miend ha; ik fornim wol dat men, ek bûten 't boere-wirk, in hele boel sen hiar leare ken."

Ien fen de ky kriege de kleisiikte; do stiek Japik in sead út it lan, der de kou op stien hie mei de poat der 't ongemak oan wier. Dy sead lai er in 't milhûs op 't skoarstienboard, om tröch 't útrikjen fen de sead de kou fen de kleisiikte to bifryen. Franke koe 't net litte om der de spot mei to driuwen. »In nuver hûsmiddel is dat," sei er, »hwer is dat goed for? Sids my ris ho 't mogelik wêse ken, dat tröch 't útrikjen fen sa'n sead de kou sin poat betterje scil."

»Dou bist my ek yet op forskate sök soarte fen fragen it antwird skildich," sei Japik bidaerd. »Earjister hest ús yette forteld, mei fistich jier scoe men skippen ba der men mei in de lost hinne en wer farre koe, en fleane lik as de fügels. Do ha wy

dy frege ho dat in sijn wirk gean scoe ; mar och lieave giinst ! dou koest er oars neat op sidse as: dou hieste 't lësen; en de man, dy dat boek skriuwn en in 't liocht jown hie, scoe de saek wol goëd foar 't forstan hawn ha. — Nou jow ik dy op din frage ta 'n antwird : Ik hab it by min mem en min beppe sioen , dat se dit middel brükten. Hwet likwol dat útrikjen mei de kleisiikte to meitsen het, dat wit ik net fölle better, ast dou it witste, ho de liu it onderlidse scille as se fleane wolle. Ik döch dit om 't it my sa leard is ten de liu dy my opbrocht en goed dien ha, en dy ik by alles ta in foarbielde nim. Dou en din heit likwol forachtsje sökken en laitse hiar út, en boeken benne alles by jimme ; it freamde en 't nye halde jimme for 't beste. Wy steane sa-dwaende net allik , derom dögge wy wiist, as wy elkoar stil sijn eigen wei gean litte. Ja , Franke , ik sids 't dy, dou komst ús foaral net minder dom en bispotlik foar as wy dy ; en ik scoe wrichtich wol ris witte wolle hwet in onpartidige sidse scoe fen min bygelove en din geleardens. Hwet de liu hier by om der fen sidse, dat scitte wol faek enoch heard ha.”

Yet mar selde hie in ding Franke sa in de hölle om-arbeide as dy preek fen Japik. Nou bigûn er it tige goed to bigripen hwerom 't de liu sijn boekepraetsjes altiid sa forfeelsum , en sijn reden sa dom en eigenwiis sun hiene, wils 't se eltse alte eamel-sek ûren lang mei wille oanhearre koene. Hwet hied er al in hopen forteld , dat de liu onbigriplik en onsinnich foarkomme moast, en den hiar fierder freegjen sen him skoud mei to sidsen . »Ik hab it lësen”, of: »heit het it sein.” Sa diene sijn redenasies neat gjin fortuten by liu dy fen nimmen fölle oannimme woene as sen dominy , de gritman en inkelde rike of foarname omkes en neven en breahearren. Japik hie gelik ; de liu hiene oer Franke hiar miening al útspritsen en him in heechmoedige lichtleauende boekewierm neamnd ; der hy sa faek in hekel oan hie. Nou naem er 't him foar om ienkear dy onpartidige to wesen, hwaens oardiel Japik winske hie to hearren, en hy seach in dat er de ou-karring sen dy man al faek fortseinne hie. Hy skamme him for .

himsels as er bitocht; dat hy sen dy loftskipfeart eigentlik neat mear wist as de oaren. »Dou heechmoedige stumper!“ sei er tsjin himsels; »oaren wotte leare en sels bist sa dom; mei 'n oar-mans lekken en brekken wotte de spot drieuwe, en dou kenst dy sels yet net. Dat is to slim; dat mat oars wirde, Franke! Aste oer saken prætste derst gjin forstan sen heste, den is 't mei din foarnimmens en al din wollen en kennen neat.“

Franke kaem sijn fornimmien better nei as sökke foarnimmens tröchgeans ueikomd wirde. Nou en den ontkaem 't him yet wolis, mar as den de oaren mei sijn geleardens de spot dreauen, den kaem 't him dalik wer in 't sin, en mei gauens brocht er 't sa fier, dat er mei laitse koe, sonder him to forbrekken. Mar safölle to hirder kaem er nou op tsjin insichten en mieningen, dy er miende op goede grünen omsier smite to kennen. De aldfaem, dy se der hiene, wier in twielienbern, dat kaem de synt ienkear to pas, do er tige aan 't noasbliesen rekke, hwent do moast er krekt sa'n menske ha om him in tried reade keulske side om de pols fen de riuchterhan to binen. Der lake Franke wer om en sei: »Ho sit dat nou wer in elkoar: út de noas bliede en reade side om 'e han? Langlesten ha jimme sels jimme by-gelove forgelike by min boekewisheid en der de gek mei hawn. Ik hab dat oer my gean litten en 't bislüt nomd om my to betterjen. Mar jimme benne de selde bliuwn. As jimme jichtich wirde scille jimme fest ek iseren ringen, dy fen alte deakisteskroeven makke benne, om de finger drage matte.“

»Hark ris Franke,“ sei Japik, »aste mei wille onder de mensken forkeare wotte, mast yet leare om liar to ninumen sa 't se benne. As wy sökke middels brûke den leit der in opsletten dat wy leauwe aan in heger macht boppe ús, dy tröch middels ús bifrye wol sen 't kwea dat ús oerkomt. Mei 't brûken fen dy middels biwise wy dat wy mei in bernlik gelove ús tabitrouwe aan dy heger macht, sonder hwaens biskerming wy neat benne en neat kenne. To leauen, dat troch 't útrikjen sen in sead, der in kou mei in seare poat op stien het, de kleisiikte fordriuwn wirde ken, en dat in

read siden tried, dy sen in twielïënsbern om iens han bùn wirdt, it noasbliden stuutsje ken: dat komt dy dwaes foar; mar ûslieu komt dit neat dwaser foar as to leauen, dat in menske, dy as lits bern trye piutten sen pokjes tröch in kinstmiddel op sin earm kriget, — sin libben lang bifryd bliuwe seil for dy freeslike jacht— de pôk; of dat mei in lange iseren roede, der sen boppen in manniich skerpe punten oan sitte, in hûs biwarre wirde ken for 't swier waer. Dit mast wol in oanmerking nimme. As immen jimmer mei in boek foar de noas sit en mei de eagen ta oer alles neitinkt, lik as dou, den leart er 't net om de mensken goed to kennen en to bigripen."

Sökke toriuchtwisingen scoe Franke yet kort tofoeren kwea opnomd ha; nou likwol bigûn him sîn foarich libben trurich en onnatûrlik foar to kommen. Hy koe 't siker net bigripe hwerom sin heit him sa sorchsaldich sen de omgong mei mensken onthaldden hie. As er ommers hwet for hiar dwaen scoe, moast er se earst kennen leare en mei hiar innomd wese. Wist heit it den net hotölle goeds en nuttichs sîn Franke yet sen sin lansliu leare koe. Hwet moast heit al in bulte trurige onderfiningen hawn ha, om tsjin de measte mensken sa hird en onbillik wirde to kennen, wils 't er doch sa goed en friûnlîk wier tsjin de bisten. Sa hied er, by foarbield, yet in de leste neiwinter, do Franke him frege, hwet man dy Japik wier, derop sein: »Hy is neat better as hûnderd oare, in alledeisk man." Nou Japik hie ek in wierheid net fölle bysonders oan him, mar hwet wier dat for sa'n man? en hûnderd oaren wieren, nei heite sidsen, krekt allik as Japik. Franke koe 't heit nauerneed mear forjaen, dat er him altiid twisken siouer mûrren halden hie. Nou woe Franke bisûkje om foartoan himsels en sîn alden it libben pleisieriger to meitsen. It scoe maklik gean, miende er, om heit, dy in de grûn doch de mensken lieaf hie en hiar best siikje woe, wer goefriûn to meitsen mei liu dy oan Japik liken.

Do Sape dy sneins him der opsochte, woed er der in bigjin mei meitse. Mar by onderfûn dat it lichter giet ien sels as in

meistander for de tsjioparty in to niommen. Japik en de fynt hiene him earst for hiar innoud, tröch dat se him op allerhanne menearen ta tankberheid forplichten. Sin goed hert hie al gau in hele boel goeds in hiar fún. Mar do er nou ek sin heit bi-keare woe hied er 't allenne mei 't forstan to dwaen. Hied er alle goeds en bestens fen de twa liu fortelle wollen, den scoed er sin heit doch mar allenne fen sin tankberheid oertsüge ha. Hofolle Franke dy sneins ek in 't sin hie to sidsen, hy kaem net riucht oan 't praten, hwent hy mette in hiel oare man as dy er him foarsteld hie, by 't oertinken fen 't jinge er oer de omgong mei de mensken foar 't liocht bringe woe. It kaem him foar dat heit him, sint se de leste kear mei elkoar praten hiene, yet mear foroare hie as hy. De man like him sa kald en hertloas ta, dat er der hast mei in 't skik wier, dat heit him mar wer forhet.

De wike, dy op dy snein folge, scoe fest for Franke de forfeelsumste west ha sen allegearre dy er der sliten hie, as de brief fen Bartele Doue him gjin nye stoffe ta tinken jown hie. It spande yet al om alles hwet in dy brief foarkaem goed to kryen, en sa woed er doch lieafst. Al hied er in Doue nea net in bysonder bilang steld, de broer sen Maryke wier him doch net onforskillich. Earst wier 't sin plan om sa gau as 't koe nei bürren to gean en den oan Doue to skriuwen, mar hy tochte: as 't antwird net gauer to plak komt as de brief, scil Doue 't net ienris krye, om 't er foar in wike of siouer al in 't sin hie om in oar plak to siikjen. Ek moast er earst witte hwet er skriuwe scoe. Hy woe wol greach by Bartele in goed wird inlidse for Doue, dy onthiet dat er goed oppasse woe. Franke tocht net lik as Doue, dat it al genoch wier as er mar ienkear onder heite dak siet; sa'n wichtige stap, tocht him, moast net onbiredt dien wirde. Hy scoe neat lieaver sjen as dat Doue wer thûs kaem en mei sin heit iens waerd, om 't er wist ho lökkich dat Maryke meitse scoe. Dat er oan Doue in triun ha scoe, der hied er net fölle hope op, mar derou koe 't wol mogelik wêse. 't Koe wêse

dat hia nou wol better mei'n oar oerien kamen as tofoaren. Doue hie in 'e 'freandte slimmens en hy thûs goeds onderfûn; hia wieren beide ta 't insjen komd, dat er mei de Jinsenbûrsters wol oer wei to konnen wier, as se de liu en hiar tinken en dwaen, der doch in hiele boel goeds in stike, fordragen learden. Ek stie 't er fen to tinken, dat Doue en sin heit it nou better lik fine scoene as foarhinne, do de onbimunstere woelige jonge yet de hiele wrald mei sîn inbielding tolde en miende dat allenne sîn heit sîn gelök in 'e wei stie. In dy tiid leaude er, dat as er ienkear fry wier en op in plak, der er him oan neat hoeſde to steuren; den scoe 't him ek oan neat ontbrekke. Nou hied er sîn kreft kennen leard, en insjen leard dat men gjin fûst meitseken as men gjin han het, en grif scoed er better, forstanniger en demoediger thûs komme as er foartgien wier. Sa lei Franke de meidelingen in Doue brief ut, dy Sape for biwisen fen earmhertige flaumoedigens opnomd hie. Franke brocht him in teltsje fen Japik to binnen.

In boerke prottele oer 't minne waer tsjin ûs lieaven Hear, sa lang, dat dy by him kaem en sei: »Is dy mîn waer net goed enoch, meitse 't den mar better. In jier lang jow ik dy de hearskippy oer alle fiouer elementen." — It boerke regearre nou sa, dat elk er mei tofreden wier. Wiette en droechte, rein en sinneskin wikselen ou nei allemans winsk, en doch wier dat jier it onfruchtberste fen alle jierren sint de wrald bistien hie; neat wier der wûchsen, hwent koalom hied de hirde win forgotten, om 't er der in hekel oan hie fenwegen sîn ald boufallich hûs.

»Sa giet it de kortjende menske mei sîn winsken, sei Franke. Dy ienfaldige fabel hie Doue safolle leare kennen, as in hiele rige fen onderfiningen; mar in menske is onsetber for foarbielten, sa lang as er sels net hwet bilibbe het. Doue brief is siker wier hird en knorrich, mar as de earste pînlikens fen sin onderfiningen hwet oer is, scil er wol restich wirde. Swak is er siker ek, der het heit gelik oan, mar onder Marykes hoede scille sîn kreften hird aanwenne en gau scil er genesen wêse.

»Ja, de hirde wîn ha wy ek nedich, en 't is in gelök, dat er komt sonder dat wy 't winskje," sei Franke faek, as er him to binnen brocht hwet er in de leste winter bilibje matten hie. Do hied er de earste stridery bimirken fen sîn alden oer him. De ontdekking, dat er it thûs net mear mei mem halde koe sonder tsjin heit to wesen, hie him sa swiersettich makke, dat er it thûs net mear miende ûthalde to kennen. De hirde wîn hie him, lik as Doue ek, ta de doar út jage. Beide wieren hia sa 't like ongelökkich, mar 't ongelök hie hiar beide segen brocht. Mei korten koene hia riker in libbenswîsheid en better in 't alderhûs weromkeare en gelök en frede meibringe. Oangename onderfiningen hiene Franke, biswierlike hiene Bartele Doue de eagen iepene. Ja, Franke wier lôkkich sint er Japik en al sîn lânsliu kennen en lieashabben leard hie.

Dy Japik wier in wierheid in bysonder man; hy koe fen alles. Hy hie hwet timmerjen leard, hy hie forstan fen bistedokterjen, hy koe biendermeitse, netbreidsje en einekoermeitse, in bitsje skroarje en yet al mear. Sadwaende hoeſde er nea liddich to wesen, en by biknusele alles sels, der oars faek in timmerman of skroar for brûkt wirde matten hie. Do Franke him ienkear deroer forwondere, sei Japik: »Ja for sa'n forwende hûskat in de waerme hirdshoeke liket dat fest onbigriplik; dou mast mar mei de jildpong rinkelje en röppe; Skroar sit! timmerman gean! smid kom! bakker ren! dokter spring! — den sitte, gean, komme renne en springe de liu for jimme dat it lieashabbery is; mar de aldfynt, dy op alles bitocht is en al fry hwet bilibbe, het leard him sels to redden; hy ken for alle litse needsakelikheden in oar net neirenne om help en rie.”

Franke rekke der al wer oer oan 't neitinken. Earst in de leste wiken wier er ta de oertsigting komd dat hy, oer 't algemien nomd, net sa hiel fôlle wiser en better wier as oaren; nou kaem er him sels sa mar in ienen binaude lits foar, en Japik stic sa great foar him as tofoaren yet nea. Dy Japik en mear oaren, dy in alles hiar sels redde koene en sa'n bitsje fen oare

liu ouhingen, hofölle mear mansk wieren hia as sökken, dy, as se oan hiar sels oerlitten waerden, dalik foarlegen stean moosten en oaren for hiar tsiensten neat oanhiede koene as 't jild, dat heit of it goed gelök hiar oanbrocht hie. Franke kaem himsels op dat stuit hast foar as in broedby in in byekoer. Dat moast oars wirde, hy moast hwet echts kenne en wêse. Mar hwet? Mei sin forliochtungs- en wraldforbetteringsplannen hie 't eigentlik neat om 'e hakken, dat wist er nou al goed enoch, en hy bigriep dat al sin witten en kennen de liu der byom sa fölle net wirdich wier as 't forstan fen de man, dy in sike kou wist to bihandelen en by need in kret geartimmerje koe.

Franke waerd bysondere stil. En ienkear do Japik en hy togeare wieren sei er: »Ik mat de liu siker gelik jaen, dat se my oan diss' tiid ta forachte ha. Hwet ben ik for hiar en hwet is de earmste handwirksman for my?»

»Hark ris Franke,» sei Japik, »lit dat gnorjen oer dy sels. Wy habbe ûs hinnen en foetten net om se to bisjen, mar om to arbeidsjen en to rennen. Dou hest nou wer ûtrekkene dat it net fölle seit mei dy; as 't dy moarn slagget om in planke mei skik oan in hikke to spikerjen, den haldst dy wer for in kerel as Salomon. Döch hwet de tiid seit, den merkste sonder fölle höllebrekken hwaste biste, hwetste kenste en maste.»

»Jy habbe gelik,» sei Franke, en hy naem dy les in acht. De jüns kaem er thûs mei de büssen fôl krûden, bledden en wirtels, dy er in 't lan en de dikswallen socht hie, en hy frege Japik hwer dy goed for wieren en ho se brûkt werde moosten. Hy jowch der by to kennen, dat er nou bisletten hie om for de tiid fen need in bistedokter to worden. Der wier Japik danige bliid mei; hy onthiette Franke om him alles to learen, hwet hy fen de kinst wiste. Hy sei: »Ik ken 't dy nou wol ûtlidse, oan hwet teikens men sjen ken hwet in sike kou skeelt, en hwet middels dersor brûkt werde, om 't ik net hoopje dat wy hier in sike kou krye; mear leare de bistudearre fédokters in 't bigjin ek al net; mar dwaen is hierin, lik as in alles, ek al 't foar-

naemste en 'tlearsumste. Ik scil dy mar sidse safolle as 'k wit, en by 't winter scitte wol gelegenheid fine to learen. As 't dy mar net mear to gemien is om mei in linnen seilbokse en kiltsje in de boerebuthusen by de gröppen to stean, aste net near hele dagen kreas forklaid mei 't hier nei de mode kiemd, by mem in 'e keamer sitste to lësen — scille de liu dy, as 't nedich is, wol om help en rie oansprekken, en dou scitte gau riu goede friûnen krye. Hwent dou witst wol, tröch 't bûthüs giet de boer nei de keamer."

Sa faek as Franke nou tiid oer hie wier er in 't field om krûden en bledden to siikjen. Hy wier siker bliid, do der in kou hwet bûten order rekken; hy krigie dat heest onder bihanling en 't slagge him it gau wer op 'e proppen to helpen. Do waerd er yet safolle to hietter. Hy tôge safolle allerhanne grien goed by 'n oar, dat Japik it lang allegeare gjin namme wist to jaen of sidse koe hwer 't goed for wier. Franke sei, hy woe in pear boeken oer de plantkinde en 't fêdokterjen sen Snits meinimme litte. Japik hie der just net tsjin, mar hy sei, de liu dy boeken opmakken scoene fen sökke dingen net fölle witte. Franke sei: »De boekemeitser benne gjin apart slach fen mensken, mar liu fen alle stannen en fakken habbe jimmer tröch böeken hiar insichten en mieningen for oaren kenber makke." Japik sei; it beste boek wier de onderfining, mar hy woe dy dingen doch wol ris lëse, allenne om to sjen hofolle forstan dy hearen der fen hiene.

De dagen waerden korter en 't waer minder, do bigün Franke der om to tinken om wer nei sin alden to gean. Hy hope nou in 't dorp in oar libben to bigjinnen, hwent hy hie 't foar 't forstan krigie hwet dé mensken wieren en ho 't er mei hiar omgean moast. Hy hope ek sin heit derfor de eagen to iepenjen; hy hope ek in 't hûs der Maryke libbe, de frede en 't lök wer in to fierien. Dat fanke, stelde er him foar, hie dei by dei de nukken fen de alde to fordragen, hie nea in frye ure en moast libje krekt as in in kleaster. Hofolle better scoe hia 't ha, as hiar

broer der wer wier om in part fen hiar moeite en sorgen oer to nimmen. Hy koe himsels net bigripe, dat er der net earder om tocht hie, en net earder der wirk fen makke hie, om Doue in ginstich antwird op sin skriuwen tastiûre to kennen.

It skieden fen liu, der men wiken lang in de beste frede mei libbe, makket in elk in libbene fieling wekker, hwertröch it nochlike tinkbield fen wer by eigen folk thús to kommen op de estergrûn rekket. In sa'n stemming deelt men elkoar yet fölle mei, hwet men jimmer yet for ien sels halden het, Franke en de oaren kamen der for ût, dat se in boel aan elkoar to tankjen hiene, al hiene se in 't bigjin net fölle goeds fen elkoar forwachte. De synt sei: »Men moasten der in learing ût nimme, en nea mear oardielje ear 't men sels sioen en heard hiene. Hy tominsten, scoe foartoan net mear de algemiene praetsjes allenne leaue." Franke sei derop: »As ik oars ben as de iepenlike miening oardielde, as ik jimmē tofredenheid fortsienje, den hab ik dat allene aan jimmē to tankjen; tofoaren wier ik sikerwier de earmhertige forbittere sonderling, der jimmē my for oanseagen."

Hlia onthieten elkoar om foartoan neat as goeds fen elkoar to fortellen, en as se letter hier of der elkoar metten, der om to tinken, dat se in sümmer mei 'n oar tröchbrocht hiene in frede en wille.

Do Sape op in dei wer ris kaem om ris to sjen ho der alles stie, ging Franke de neimiddes mei him nei hûs, nei 't er in hertlik ouskie fen de friûnen nomd hie. In fracht opdroege krûden naem er mei. It stie Sape wol oan, dat sin soan him mei de krûdkinde beusich halden hie. »'t Is wier," sei er, »ik hald net fölle fen hûsmiddels en sökke fen bûten learde kinsten, mar 't is doch de wei om by de mensken ingong to finen, hwent er wirdt heech by de liu opsoen, dy mei sök ding piele. Japik wier sonder dy hokuspokus wis net by jong en ald in achtig komd. Hy het dy sadwaende de wei doch wiisd dy 't er sels giet, en dat is wrichtich mear as ik fen him forwachte hie." — Franke woe bigjinne om de hûsmiddels en 't leauen

deroan to fordigenjen ; hia wieren , krekt as de sprekwirden út de onderfining ontstien, en derom . . . .

»Goed, goed !“ smiet Sape der oer hinne, »sparje din redenasie mar for din mem , dy scil der mear mei op ha. Ik hald eltse húsmiddelbrúker for in bidrager of in bidragene. Mar lapsalfje dou, om min part, safölle aste wotte. Aste my mar net mei din lofreden lestich falste , wol ik dy graech in din wesen litte.“ Franke sei , hy woe nimmēn bidrage , net de heechachting en tank fen sin meimensken mei list winne, mar fortsienje. — Den is 't tige best ,“ sei Sape. »Din doel is dus goed ; kortom , for dy is alles goed , en ien om oaren to bikommerjen is nou gjin mode mear.“ — Franke seach wol in, dat heit en hy it yet net gau iens wirde scoene , mar hy treaste him er mei , dat er der mei gauens biwisen foar him ha scoe , en sei , hy bikommere him ek wol om oaren, en scoe, om hwet to neamen, tige graech witte wolle , ho 't nou hy Bartelēs stie , om 't er fen sins wier sa gau as 't koe oan Doue to skriuwen. Sape wist der net fölle fen , mar him tochte , de alde scoe net goed to sprekkēn wēse, om 't ien fen sin beste ky lang net goed wier.

Hia kamen in 'e bürren. Maike , dy de hele dei eigentlik nearne rest lün hie , stie for de doar. Hia koe 't hast net litte om Franke tomiette to rennen om him op 'e striëtte oan to sprekkēn en de hân to jaen , mar sa'n onbídigens jowch hiar tofölle each ; derom wachte se him mar op.

## IX. Franke wer thûs.

---

De earste sneins do Franke thûs wier , wier 't moai waer , en hy stapte de moarns foar tsjerketiid al mei de piip oan foar hûs op 'e dik om. Wils 't er út de piip mei 't silveren mûlstik tsiokke wolkens fen reek om him hinne blaesde, kaem 't him in 't sin , ho mismoeidich en ontofreden mei himsels en de hiele

wrald hy west hie op 'e leste snein, dy er thûs tröchbrocht hie. Hiel oars wier hy sint dy tiid wirden en hiel oars kamen him ek de wrald en de mensken foar, omdat hy se nou mei in bliere tronie oanseach. 't Like him nou hast onbigriplik ta, dat er tofoaren op man nich moaye snein himsels twisken frouer mûrren opslute kend hie, en him hoannich makke oer 't frolike praten en laitsen sen de foarbygeande liu, dy him den in 't lësen hinderen. Hy hie nea nen friûn west sen de praetsjes, dy boeremenskeu meast onder elkoar ha. For in boer, tocht er faek, benne de ky alles, en sa wirde hia sels ek net mear as heal en heal dieren, dy allenne tinke om hiar iten en hiar nest. De boer wit ek fen neat as fen 't foardiel en de skea, dy er tröch sîn bisten het; mar hwet is forfelender as de skiednis sen in kou sen A ta Z oan to hearren? Hofolle wike foar maye se kealje mat of kealle het, ho man nichste keal se brocht het, ût hwet laech se is, hofolle molke se jowt, hwa der in sister of in moaike sen op 'e stal het en al sa. Dat is skearing en înslach, as der hwet boeren of arbeiders by 'n oar benne, mar de tiid is ommers te kostlik om altiid mei dat selde ge-eamel forsliten to wirden. Sa hie Franke foarhinne tocht, en derom him altiid foar sök selskip myd. Nou likwol wier eltse foarbygonger him wolkom. Hy wier bikend mei de saken en omstannichheden fen hast alle liu dy er oantrof, lik as men dat in litse dorpen het, om 't de liu der elkoar, om sa to sidsen, alle dagen in al hiar dwaen en littien op 'e hanne siugge. Sa koe Franke gau stofse fine om mei elk in praetsje to meitsen. Dy 't fen fierren oanseagen koene 't hiar net bigripe ho 't de liu sa lang by Franke stean bleauen, en dat die 't dat der al jimmer mear gearhokken om to hearren hwet er forhak-stûke waerd; Franke hie mei gauens in keppeltsje fen in soech twyntich om him hinne stean. Sasier hied er neat ût birekkening dien, mar do dy goede liu sa friûnlik en praetsk tsjin him wie-ren, woed er hiar ek hearre litte, dat er dy man net wier der hia him altiid for oansioen hiene. Hy praette oer ky en boerkery, dat it lieashabbery wier, de iene frege er nei sîn ky, de oare nei

sín baergen, de tredde nei sín hea, en also. Sa makke er hiar de tonge los en hia waerden sa lúdrustich, dat Franke er by him sels hast om laitse moast. Mar hy seach nou doch ek in dat de skiednis fen in kou altiid lang sa neatbitsiuttend net wier, as hy tofoaren miend hie, omdat it libben fen de liu sels en it ou-bieldsel fen hiar karakter der faek tröch hinne weefd siet. Hia rekken der sa drök oan 't praten, dat se wrichtich hast to let in 'e tsjerke kamen. Franke wier mar eskes mei sín deise strieën hoed op ta de doar út roan; do er foarnaem dat it hege tiid wier om nei tsjerke to gean, ging er gau in 'e hús om sin boek to kryen en forgeat er om sín sneinse pet op to setten; en dat ontdiek er net earder as do er al in de tsjerke wier. Do werom gean, dat wier him to líts, mar doch hindere sín misset him sa, dat er for dominys warden neat gjin oandacht hie, en sels do de tekst oulessen waerd, sín boek it onderst boppe foar him lïlsen hie, howol er der oandachtich in seach, sa 't like. Him tocht mar, elk seach nei him; en nou scoene se wol wer miene, dat er 't al wer oars ha woe as oaren en mei sín ald strieën hoed opsetlik ergernisse socht to jaen. — Dat wier him nou lang sa onforskillich net as foarhinne, do er alle mensken for dommen en gekken halde en him oer hiar oardiel net bikommere. Ut de tsjerke roan er mei túsen haesten nei hús, sonder in menske ta to sprekken, en hy tocht er net om, dat de liu, dy nei alderwenst stadich rennende wei hwet mei 'n oar praetten, do earst niget oan him seagen en him wer for de alte sonderling bigúnen to halden.

Do er de oerdeis nei iten wer in stikmannich op 'e bregge stiene, waerd er al gau sein: »Ik hie tocht, dat wy Franke nou ek ris in 't foarmidden krike hiene.” — »Ei hwet!” waerd der oerhinne smiten, »Dy is to greatsk om him mei úste binoyen; hy scil 't fest drok lësen ha; fen 'e moarn út de tsjerke wei roan er krekt as er út in kanon kaem, om mar gau by mem in 'e hús to kommen. 't Wier al in great wonder, dat er net al-hiel út de tsjerke wei bliuwn wier.” — Der wieren ek goeds dy woene ha dat dominys preekjen Franke bysonder troffen hie,

hwent hy hie 't hiele tsjerkeskof lans in hölle hawn sa read as bloed.  
 »Ei kom!“ sei in oar, „ik leau fölle lieaver dat hy fen de hiele preek net in wird opfette het, sökke forstannige liu hoeve dat net mear to hearren, hia habbe wichtiger dingen to bitinken. Hy ergere 't net iens dat onder 't tekst-oulésen sin boek 't onderst boppe lai, lik as de wrald alle nachten. Hy bliuwt in aparten ien, it falt op of 't falt del.“ — Sommigen woene tsjin dy stroom opsile. Earst prætten se hwet om 'e kant, en do se fornamen dat er goeds nei harkje woene, seyen se : »Fen 'e moarn foar tsjerk-tiid ha wy n poaske by him stien en do het er mei ûs praten dat it hwet die, sa fiks mei oardiel en bestek as jimme 't fen sa'n jongfynt mar winskje kenne. Do wy nei tsjerke gingen ha wy yet tsjin elkoar sein: Franke is doch in 'e grûn sa'n slumme ju net, 't is mar spitich dat er 'n soan fen de frynitse-lers is. Hofölle oars hy is as Sape, dat ken gjin ien leaue. Men ken mei him babbelje hweroer 't men wol, hy is sa friùn-lik en gemiensum as 't hoeft.

»Dat habbe sin listige streken wer west,“ waerd der op sein. »De bern lokket men aan mei súkergoed en de gekken mei moaye warden. Wit ho 't de alde en hy hiar hioed wer formeitse oer jimme prætsjes, dy hiar allike sleau en dom foarkomme as ûs hiar redenasies út boeken en kranten. Scille jimme nea wiser-noch wirde om dy beide bisynten goed kennen to learen? Lit jimme mar fen hiar moaye prætsjes meislepe, den meitse se jimme, sonder dat jim 't sels fornemme, roomsk of minnist, of joadsk of heidensk, hwet se mar wolle.“

Dy tael hie útwirking op de liu dy sa'n lof fen Franke spritsen hiene, hwent hia seagen in dat se wrichtich al in 't gefaar west hiene om ongemirken frynitse-lers to warden. Sliuchtwei mensken, foaral in de dorpen, benne nearne mear for op hiar hoede as for de algemiene mieming. Hia woene dalik net bikenne dat se sa lits west hiene om hiar fen Franke foarby prate to litten, derom halden se hiar string yet föl, mar in 'e grûn hie de algemiene mieming hiar al oermastere.

Wils 't dat praetsje op 'e bregge pleats hie, siet Franke sei sin mem op 'e bank buiten de milhûsdoar. Hy sei: »Heit liket fry hwet mei Liuwe kastlein to forhakstükjen to habben; al langer as in ketier habbe se der by de hage stien to praten.«

Ei ja,« sei Maike, »hest er yet net sen heard dat er hwet op stok is mei 'n ny tsiispakhûs en in fearskip?«

»Ja, by 't simmer het heit er my al ris hwet fen sein.«

»Nou, sint dy tiid het it ding in hiel oar oansjen krite. Der scil nou hast wol in ein oan komme, hoopje 'k.«

»En hwa scil de striid winne? Ho wirdt der oer tocht?« frege Franke, wils 't er min of mear gappe.

»Nou, jimme heit en Liuwe; mar heit het sin aerdichheid er ou, nou 't er wit, dat er de gritman der gjin pôts mei bakt,« sei mem en hiar blierzertich glimke waerd wei. »De gritman en sin oanhang,« sa wiis bist ek wol, hiene gjin reden hawn om 't mei Flink to halden, as de alte net fest miend hie dat Flink sin skoansoan wirde scoe. It hiele dorp wist it al, dat Flink troue scoe mei Reinou, en derom foege 't elk om ût earbied for de gritman it mei him to halden. Sa stiene de saken ont Grienterpster merke ta. Do wier Reinou der ûtsenhtûs, sadwaende kaem Flink er ek en hia merken togearre. Der wieren ek in pear oannimmersbasen fen 't feartslatten, dy merken elk mei in boeredochter en dy tarden der as hearen. In de neinacht easken dy kompanje-wîn, — ja, sa leau 'k dat it hiet, — dat hie de kastlein net, hwent tink ris ta! dat is wîn sen fijf gûne 't flesfol, seit jimme heit. Mar dokter Smel sin dochter wier forline maitiid troud, do hiene se der sôkke wîn op 'e brilloft hawn en der hie dokter yette in flesfol of flouer sen; nou dokter wier goefriûn mei de kastlein, en dy makke gau dat dy wîn der kaem. Do Flink dat seach woe hy ek net minder wêse as dy freamde mannen; hy easke ek in flesse sen dy diûre wîn. Mar do wier 't mei Reinou poeske 't each ût. Dou witst wol, hia is sa biustere keken en eigenwiis, hiar heit is ommers ek de foarnamste man fen 't dorp. Hie Flink de earste west dy kompanje

win frege hic, den hie 't mogelik goed west, mar do hy it die om dy freamde kerels, dy er fier onder him achtsje moast, nei hiar bigrip, — do wier 't mis. Hia woe gjin drip fen dat goed ha. »Dat wier hiar fiers to diûr," sei se spitich, »dat wier gjin drank for boerefolk." — Hy sei : »Ik ben gjin hoer, ik ben keapman en ik ken for in kear wol tsjin in hear tarre." — »Ja," sei hia wer, »deroan ken men sjen, dat er goed hwet fen de bûter en tsiis oustritsen wirdt, dy de boeren jimme tatoaye." Sa helle 't iene wirdt it oare er ût, hia rekken der op 'e herberge sa oan 't tsieren, dat alle omstanners hiar der in formakken. Hia ging op 't lest mei de lilke kop allenne fen de keamer, en hy traktearre elk dy hwet ha woe op kompanjewin. Do dat dien wier bigûn er to jeneversûpen, krekt sa lang dat er smoardronken by de kastlein op bed rekke. De oare deis krike er biskie fen de gritman, dat er net wer nei Reinou hoeftde om to sjen. Sa is dat spil hommels tût rckke. En, lik as ik sei, nou het dy saek fen 't nye fearskip ek in oar oansjen krike, hwent de gritman en sin oanhang sidse nou, det men folgens riucht de kastlein net bilette ken om wikliks sen Jinsebûrren op Snits to farren. Dat doarst fen to foaren oars gjin ien sidse as jimme heit; sa draye de mensken hiar nei de wîn.

»Mar," sei Franke »ho kenne se dat nou mei eare en fatsoen foar de mensken goed krye, dat se nou in ienen foar in ding benne der se tofoaren tsjin wieren?"

Nou ja, hia matte sein ha, dat dominy, dy 't mei Liuwe haldt, hie dy saek in stilte ek ondersocht, en dy hie hiar op dingen wiisd der hia net op fortocht west hiene, — en nou hiene se sioen dat se mis wieren. Mar dat leaut in 'e grûn gjin menske; elk wit wol hwet er ester sit. Mar nimmen, op alte Bartele nei, het er tsjin, dat hier in twade fearskip komt."

»Nou kom, den het dominy nou de bûter stellen. Nou, de mensken litte hiar hier sa goed liede en stiûre, dat God en de kening se nauviks oars hoeve to winskjen as se benne. Hia passe ongelike fölle better in disse wrald as heit en ik. Der

komt heit ek oan," sei Franke, en hy ging in 'e hûs.

„Nou hab ik hioed forsteld stien," sei Sape by 't inkommen; »de jongsynt, dy by Japik Setboer to skoalle west het, stie der sen 'e moarn in 't foarmidden fan in keppeltsje manliu, krekt as immen dy in in kaske hwet for 'n cent bisjen lit, en hy praeete oer rierren en hokkelingen en feare en meltse ky; oer aem en slonger, oer witkoppen, oer lekkenbonte en mûskleurige ky — dat er de beste boer biskamme makke. Nou Franke, dou hest it goed in 'e rekken, op sa'n menear mat men de mensken winne, mar — op sa'n menear wirdt men ek in earmhertige koalle. Ik sei tsjin my sels: Is dat yet din Franke, dy sa fry en moedich de hölle omsteech stiek? — Né! moast ik anderje, dat is in skoall' jonge sen in oar."

„Fy sök praet!" sei Maike, »men scoed er for op 'e ren tsjen. Mienst den dat Franke altiid in skoall' jonge wêse mat, as 't net ten dy is, den sen in oar?"

„As disse frucht op min eker wûchsen wier, den wier 't bi-naud enoch" sei Sape brimstich. Hy seil doch net tinke, lik as sommige dwopers, dat it doel de middels heiligt. Dy in konsiensie het is to riuchtlid, en dy manhaftich tinkt, to selsstannich om sa to koinediespiljen. Dat seit de godloase fryselseler, bring dat Japik mar oer mei de groetenisse sen my."

Franke woe sin heit forhelje ho 't er mei de boeren aan 'e praet komd wier, en dat er derby sa wol to moed werden wier. Sape woed der neat sen hearre. »Ik ken dat krûd wol," sei er. »As men söks sen in oar heart en sincht ken men der om laitse, mar dat in iens eigen hûs to bilibjen aan iens eigen soan: dat is net to forkropjen." Weamoedich fooge er der by: «Ik hab oars neat in 'e wrald as dy, Franke, op dy is al min hope festige; derom doch onder min eagen sökke domheden net. Siueh, din heit stiet foar dy en bidt dy: wes tsijnoer my de alte goede iepene Franke, dat min alte dei net al to bitter wirdt."

„Och praet sa net!" sei Franke. »Ik mei 't net near hearre, dat jy sonder needsaek jo sels en my sa kwelle. Siker, ik hab

it net forkeard miend. Jou tsjinnichheid in de mensken makket jo onbillik tsjin my.”

»Né Franke! as ik to rimen wier, den kaem 't út bikommering dat ik dy op in dwaelwei seach. Hwerom bikrodest dy er oer hwet oaren sen dy ha wolle? Stean fest op din eigen foetten, dat de swakke him aan dy halde ken, inplaets datste mei him delfalste om him it skanjen to bisparjen oer sin eigen earmherligens. Ek as men stiif riuchtùt giet op de wei, dy men for de riuchte haldt, sint men soms in selskipzman, dy ien op sidewegen tomiette rent en den ta alles willich is. Ik hab ek sa'n ien fun; ik jow dy to rieden hwa?”

»Nou, Liuwe kastlein,” sei Franke forachtlik.

»Né, min lieave ginst, né! Us alte dominy Stekelband sa 't er giet en stiet. Mat men net sidse, dat er yet wonders barre? Mar de forklearring sen dit wonder is allike iensfaldich as sen alle oare. Hest yet neat fen 't nye fearskip heard?

»Nou, it foldocht my, dat jimme goede friûnen wirden benne, nei dat dy wonderlike striid jimme by elkoar brocht het.”

»Fen friûnskip mast net prate,” sei Sape; »dominy het heech-achting for mîn menskekennis krige. Ik hab it wol earder sein, hy rekket sen 'e wîse, as er net allenne tsjin frymitselers ivert, mar ek tsjin de lekken en brekken in Jinsenbûrren. Hy het hier nou sa lang al stien en yette ken er sin folk net, in biwîs dat er ek yet net fölle útriuchte het om de mensken to forbetterjen. De goede man miende mar as by it, by de striid om 't ny fearskip, mei Liuwe halde, den seoe de hiele heap him folgje; mar siuch: hier sieten Fink en de gritman mei elter, en nou wier 't in oar liet. De alte het grif in al de tritich jier dat er hier stien het, safolle tsjinkanting net ondersün as mei disse sack. Nou stean sin rapen wer sa moai to waechsen as 't mar hoeft, mar 'k leau doch net dat er disse storie gau forjritte ken.”

»Waechse din rapen den sa goed net as dominy sines? dou stiest nou ommers neist him,” sei Maike.

»Goë sloof!” sei Sape, »de soldaet fluchtet en weaget sin libben,

de generael wint de slach en kriget pensioen. Mei my is de wrald in 't lik en ik ek mei hiar. Ik easkje en forwachtsje gjin tank; de selsfoldwaning het my altiid noch wêse mattent. Op min ienichste soan likwol hab ik altiid hope, op dy, min beste Franke, hoopje 'k yette. Dou kenst meitse dat ik de hiele wrald forjijt. Wirdst dou hwet ik forwachtsje en winskje, den ben ik tsjinoer alles en allegearre de lökkichste man fier in 't rûn."

O heit," sei Franke, "wis wol ik dat en fen herten graech. Faek en fölle hab ik al winske, dat ik liocht en fleur in jou trurich libben bringe koe en der in slagje mocht om jo mei de wrald to forsoenen."

»My mei de wrald to forsoenen? Is de wrald my net nei 't sin? 'k Ha 't dy ommers faek enoch sein: 't Is binaud dat de wrald fen sökke earmhertige skepsels biwenne wirdt. Scœ ik friûnskip slûte mei sökken?"

»Ite en drinke en forjijte matte jy," sei Franke. »It alde ha jy nea reste litten, en sa ha jy 't oaren altiid wer in 't sin brocht dat jy krekt dy man wieren der jy algemeen for halden waerden. Nea benn' jy dy mensken in stap tomiette gien; allenne as der hwet to tsjinakseljen falt benne jy der by, sadwaende wirdt it algemiene oardiel oer jo jimmer wer op 'e ny bifestige. Jaen jo ek ris onder de mensken sonder dat jy hwet to lekskoayen habbe en wes frolik mei hiar. Gean moarntejûn mei nei Liuwe kastelein; Japik het my sein dat it der op Birguin-merkejûn wol pleisierich tagean ken, om 't alles altiid fredich en frolik is."

»Jawol!" sei Sape spitgniskjend »is dat de tappassing op din preek? Nou, dou praest sa goed aste 't leard heste, en mear docht gjin profester. Nou as 'k net oars earne hinne moast scœ 'k komme, allenne mar om ris to sjen, host dou it mei de mensken lik finste."

Do se 't item dien hiene kuire Franke wer foar 't hûs hinne en wer. Hy hied er gjin erch in dat de foarby-gongers dwars fen him ou seagen om mar net mei him in petcar to kommen; hwent hy hie 't each op Bartele Maryke, dy in de tûn mei hiar leste

blommen dwaende wier. Hy trape stiltsjes wei neyer dat oer, om sabearc ongemirken niunken hiar blomtūn to kommen. Hy hie 't al earder bisletten om, as de alde net ris thūs wier, ris by hiar to sjen; mar nou kaem him dat sa lits foar, dat er by him sels sci: »Hwerom scoe 'k skrutel for him wēse? Ik hab him nea nen strie in 'e weilein. Hwet heit en Bartele twisken elkoar habbe, dat giet my net oan; en as Bartele al my derom forkeard bijegenet, den bigjin ik dalik oer sīn sike kou. Dat seil in goed middel wēse om him niüt to meitsen. Sa birekkene Franke sīn saek, wils 't er ongemirken al redder hinne en wer trape. Heit hie wol sein: Siikje net dy by de hu bimind to meitsen, mar hiar achting to fortsienjen,” en hy woe him foartoan ik net boerhaftiger foardwaen as er wier; mar disse kear moast er sīn doel sjen to birikken sa goed er koe, en sīn bistedekterskinst moast him derfor tsienje, hwent sa'n litse onskuldige list koe nou grif mear goed dwaen as kwea. En in wierheid woed er graech de sike kou wer sūn meitse, en lichtkoed er sa, nei Japik sīn sidsen, tröch 't bùthūs de wei fine nei Maryke in 'e hūs.

Goēn dei, Franke! ho giet it dy?” rop Maryke út de tūn wei. »Dou hest in goede summer hawn, scoe 'k sidse, hwent dou siuchst er better út, as dost hier wei gingste.”

As alde Bartele mei in ein kneppel ta de doar út setten komd wier op Franke ta, dat hie de fynt net onforwachter oerkomd as dy triūnlike oanspraak fen de jongfaem, dy er him sa ongelöklich en neargearstich foarstelde. Hy hie tocht dat er ta hiar komme scoe as in treastende engel. Foar alles woed er hiar de brief fen Doue oerjaen en mei hiar prate oer in antwird derop, en hiar sa neistenby sidse, hotölle höllebrekken him dy brief en ek hiar trurich libben koste hie. Ja, hy hie in hiele boel moaye reden bitocht, dy er hiar foarprate scoe as er mei hiar onder fiouer eagen komme koe, om sīn föl hert hwet to ontlestgjen. Nou stied er der en sei gjin wird, mar hy tochte; »Dat is nou de spottende tael fen de faem dy in forlerne soan ta hiar broer en

in Bartele ta hiar heit het. Hia het sen de alde de haet tsjin ūs oernomd, mar de moed net om dy blike to litten, dertröch utert se sa'n grienmank sen waerm en kald." — Sa tocht Franke oer de goede Maryke, dy sen herten bliid wier, do se him neyer kommen seach. En do hy werom kearde hie se him wol taröppé wollen: »Kom hier mar! heit is net thûs." »Kom hier mar!" hie se al sein, mar do waerd se kjel sen hiar eigen lûd, en hia wier bliid dat Franke 't mar net hearde. Hwet hie se him den to sidsen? Och neat; hia woe hwet mei him prate, allenne om sjen to litten, dat hia net lik as hiar heit, in hekel oan Sape en sin folk hie. Mar doarst se dat dwaen? in 't iepenbier toane dat hia in dit stik net mei heit instemde? 't Wier krekt as se elke amery ût it milhûs wei it skille fluitsjen sen heit forwachte, der se al as lits famke sa'n ontsach for hie. Dat hald' se net for lege inbielding mar for de stemme sen hiar gewisse, dy hiar warskoude om efter heite rech net to dwaen, hwet se in sin bywesen om gjin ding dwaen wolle scoe.

Né, lieaver ging se in 'e hûs om de forsiking to ontrennen. Mar hia ging doch net in 'e hûs. En wils 't hia stie to birieden kaeun Franke by hiar, sonder dat hia it sioen hie; do se hiar omdraide stied er foar hiar. Mar hy sei neat. Op hiar frolike oanspraak hie se dalk in frolik andwird forwachte, en nou stied er der as er 't net helpe koe. »Hwet skeelt er aan?" sei se, »dou bist net silk op my, wol?"

»Ei né, ho scoe 'k silk op dy wêse?"

»Nou, dat woe 'k tominsten net lieast. Mar 't is krekt as der hwet oan skeelt, hwent dou seist hast neat. Siuch ris, ha 'k hier gjin moaye rosen; wost der net in pear sen mei ha, for mem, om se in 'e flesse to setten?"

Ear 't Franke hwet sein hie rikte hia him in slik of trye blommen ta; de han trille him sa, do er se oankrige, en hy sei kortwei: »Tanke Maryke!"

Mar hy koe der net langer bliuwe; hy skamme him foar hiar

en foar him sels, om 't er sa forlegen foar hiar stie. »Kom,« sei er. »t scil tsjerkтиid wirde,« en hy ging hird nei hûs.

To Jinsenbürren waerd gjin jiermerke halden; mar op moandeitojün fen Birgumer hearstmerke hie 't er in aerdsje fen; hwent den wier der in swiden reed tröch Jinsenbürren, en de measte ridtügen halden by de herberge oan. Nou wier 't in oeralde wijsansie, dat de dorpsliu den ris in de herberge seagen en hwet pret halden, mei ien wird: it wier den sahwet Jinsenbürster merke. Spiljen en dünsjen kaem der fen alds ek by to pas; mar do dominy Stekelband der kaem, wieren de liu sadanich mei him innond dat se wol dwaen woene hwet hy tocht, en sa waerd den ek, op sijn winsk, it spiljen en dünsjen op Birgumerkejün ouskalt. Mar in frolike jün waerd er yet altiid halden.

Op dy moandeitojün kamen Sape en Franke ek by Liuwe kastlein in 't selskip en fünen 't der al sa fol, dat se nauerneed plak krye koene. »Kom,« sei Franke, do se plak krige hiene, tröch help fen Japik setboer, »t giet hier al frolik in sijn wirk; sa mei 'k it lye. Kastlein jow us hwet to drinken.« — Do er mirk dat it folk stilder waerd en sommigen nei him en heit seagen, sei er frolik: »Nou kom, steur jimme net aan us; gean jimme gong mar.

»Ja mar wy habbe de aerdichheid er ou, noust dou der by biste om 't spil oan to sjen,« sei ien fen de mannen, dy de sneintomoarns sa fortrouwlik by Franke stien hiene to praten.

»Hioed sit hier nimmen om 't spil oan to sjen,« sei Japik setboer, »of 't moasten liu wêse dy hier efkes oanstekke. Elk mat meidwaen, den kenne wy wille ha. Kom, wy helje mar ris op.« — En hy song:

Zamen zingen, samen leven,  
Met een gul oprecht gemoed,  
Dat kan waar genoegen geven,  
Dat doet ons aan 't harte goed.  
Dat kan ook in later dagen  
Zelfs nog goede vruchten dragen

Daarom laat hier zonder schijn  
 Vriendschap al ons streven zijn, zijn, zijn,  
 Vriendschap al ons streven zijn.

Wils 't Japik song en oaren ek al mei bigûnen, sei Sape tsjin Franke: »Der hest it nou: Dy kerel dy dy der dalik sa'n spitich biskie jowch, is ien fen dîn goede friûnen fen jistermoan. Ja jongel ontank is 't lean fen de wrald." —

»Hwerom siongst dou net?" sei Japik tsjin Franke. »'t Is bioed altiid goed, al giet it net suver op 'e noot, sa wiis bist ommers ek wol."

»Ik ken 't my net bigripe ho 't jimme dalik al sa ûtlitten wêse kenne, wils 't jimme hier mar just benne," sei Franke.

»Mienst den dat men earst healdronken wêse mat om pleisier to habben? Né, dat is mis!" — En hy song wer:

Lataa vrij and'ren zuchten, stenen,  
 Gulle vreugd zal ons vereenen,  
 En de vriendschap zonder schijn  
 Zal altijd ons streven zijn.

Do sei er wer tsjin Franke: »Altijd de hoed nei de win draye, dat is 't beste. Of kenst dou pleisierich wêsc op in tsjerkhof?"  
 »Né," sei Franke.

»En ik net trurich in de herberge. Komoan, lit ús yet ris sionge."

Sa hie Franke Japik yet nea sioen. Hy wier oars altiid sa kloek en sa foarsichtich, dat er eltse wird op goudskealjen wôech, fen dat alles wier nou neat to merken. Hied er nou in in sletten selskip sa wést, den hie Franke der yet minder nîget oan hawn; mar 't wier der mar sa'n by 'n oar hokke soadsje. Franke koe him Japiks dwaen sa net forklearje, of hy moast oannimme dat de macht fen alderwenst sa sterk oer dy persoan wier, dat er op Birgum-merkejûn net oars koe as de frolikste onder de frolike to wesen. Hy song mar de hiele jûn lans, en op 't lest woed er ek yet dûnsje; hy hie al in fynt bipraten om in harmonika to heljen, mar Liuwe sei: dat moast net,

hwent as de gritman 't wîs waerd scoed dy him net sparje , om 't er gjin *permissie* hie ta spiljen en dûnsjen.

»Nou, den litte wy 't," sei Japik. »Ik ben der foar om ien to skikken nei de omstandichheden en de tiid to brûken sa 'er is, krekt as de bidlers , dy ite as se hwet habbe to iten."

»Lökkich dy him in alles skikke ken," sei Franke , dy hope mei 't folk oan 'e praet to kommen. Mar Japik like dat net to merken, en woe Franke mar oan 't siongen ha.

»Din friûn is jûn net for dy to sprekk'en," sei Sape tsjin Franke.

»Né, hy is sen 't keatting. Dat is wol 'n aerdiich sangkje, dat se der hiene."

»'t Skeelt safolle net," sei Sape, »hwer ha se dat wei ?"

»Wit heit net dat se hier okkerjiers for ien winter in sangselskip hawn ha, do wy dy ondermaster ût de sted hiene , der habbe se yet sangkjes ten onthalden. Dy ondermaster makke sels wol goeds of hy fortaelde goeds ût it dûtsk of sa."

»My tocht , hia scoene hwet mear friske sangkjes sionge," sei Sape ; »in de *Lapekoer* benne sôkke moaye. De hollanske tael mei sa moai wêse as se wol , for iensfaldige friske boereliu bliuwt it doch yet altiid in freamde tael ; mannich wird en mannich sprekmenear komt er in foar dy se net fetsje."

»Hwet seit Japik derfeu ?" sei Franke.

»Der ha 'k neat op tsjin," sei Japik, »mar gjin ien ken hier friske sangkjes. Wy sionge nou mar hwet ûs in 't sin komt, om wille to habben. Siong ek ris mei, Franke !"

»Ik hab gjin nocht aan siongen."

»Nou , doch er den it harkjen ta."

»Dat die Franke en Sape ek. Mar 't spande soms dat se 't laitsen litte koene , om 't dat siongen sa nuverich taging. Hia halden hiar likwol goed, sa lang as er songen waerd :

»Ras bloeyen rozen in eene lonte

Ras staan se dor en van blad'ren beroofd."

Do borsten se beide ût fen laitsen, sa lûd, dat de siongers forbaesd stilswigen en fregen, hwet er wier.

Franke se : »Jimme sionge der, dat er rosen bloeye in in lonte ; der scil fest wol in 't liet stean fen *lente*, net ?

»Och hea ! is 't wer sa ?!“ sei in boeresynt. »Lente ? — nou, ûs fieldwachter hiet Jan de Lente; waechse der den rosen oan ?“

Om dy útsal laken Sape en Franke allike goed as de oaren. Do 't wer hwet stil waerd, frege Franke :“ witte jimme den net hwet de *lente* is ?“

»Jawis wol ! de Lente dat is de fieldwachter.“

»Ja ,“ sei Franke, »dat is dy man sîn fan, mar in jimme sangkje bitsiut *de lente* de maitiid, it foarjier. As jimme sionge dat er rosen oan in *lonte* bloeye, dat is onsin ; dat fiele jimme ommers sels wol .“

»Wy nimme ûs dat sa nau net, as wy mar hwet habbe to siongen.“

»Hwet ha jimme der oan om to siongen sonder 't sels to bigripen ?“ — Japik jowch him in pomp mei de earmtakke, do sei er, hwet friûnliker : »My tocht jimme scoene friske sangkjes sionge ; dy forsteane en bigripe jimme doch altiid fen wird ta wird .“

»Nou, lit ûs dat dwaen ,“ seyen in mannich boeresynten en hia hellen op :

»Ik seach ris trye sammen stean  
Om 't hoekje fen de doar ;  
Ilia praten oer de fryery . . . .

Hwet er fierder folge wier sa, dat it hier net meidield wirde ken.

»Nou ,“ sei Sape , »der hest nou hwet triisk.“

Franke waerd sa read as fiûr. In poas seach er de siongers stiif oan ; do sei er tsjin Japik , dy diss' kear net mei song :

»Kenne jy sa'n gemitte tael oanhearre ? Makket sa'n menear fen dwaen in in fetsoenlik selskip jou it bloed net hiet ?“

»Ik mat it fordrage ast dou net foart gietsteen dy stil haldste. Mast den altiid din geleardens útkreamje ? Mienst dat disse liu hier komd benne om fen dy to learen ? Dit is in herberge, mar gjin skoalle. Kenst den net in poaske din wijsheid forjitte, frolik wêse en dwaen lik as de oaren ?“

»Né,« rop Franke, »dat ken ik net en wol ik net. Gjin setsoenlik menske ken en wol dat.“

»Hald dy stil in 'e goedichheid!“ lüstere Sape, »of dou krigest grif yet füsten op 'e kop.“

»Ne, ik wol prate,“ sei Franke wils 't er opstean gинг. »Is dat nou jimme godstsienstigens? Skamje jimme, dat jimme krekt as malle hûnen, sa 'n gemiene tael ûtskreaue, mei de selde mûle der jumme sneins psalmen mei sionge. En den doare jumme immen in godloase neame, om 't er sa trou net nei tsjerke rent as jimme.“

»Stilte jonges!“ waerd er röppen, »de frymitselers frymitseler wol preekje.“ — »Dat mat er for him sels dwaen,“ sei in oar; »wy babbe aan us ald dominy genoch.“ Hia woene wer bigjinne to siongen, mar Franke rop: »As jimme dominy sa goed forsteane as 't wird lente, den . . . .“ In romer fleach him finnich tsjin de hölle aan. Tagelik fielde er him ten Japik by de earm pakken en ta de doar ut triuwen. Sape gинг er ek ut sonder dat se him hinderen. Do se togearre wieren sei er tsjin Franke: »Docht er dy ek hwet sear?“

»Ja alles!“ sei Franke. Hy wier siedend.

Der kaem Liuwe ek ta de doar ut setten, en jammere: »Hwet is 't binaud! dat söks hier in min hûs barre moast! Scil ik gau nei dokter renne?“

»Né, né!“ sei Franke haestich, »dy ken my neat helpe. Dat lits ongemak het neat om 'e hakken.“

»Scil 'k den mar sa fry wése en gean wer in 'e hûs?“

»Mei alle pleisier!“

Sonder praten gingen heit en soan nei hûs. Gjin menske seach hiar, howol de fölle moanne klear skinde, hwent it jongfolk wier alle gearre in de herberge en de alden al binnen de balken.

Do se in 'e hûs kamen sei Franke: »'t Is mar goed dat mem net by de wirken is, hwent hia scoe fen hiar saken reitse.“

»Né, sei Sape, »hia is in 'e bûrren helle, by Bokke wiif, dy wier net goed. Mar as se hier wier, koe se gau ris nei din hölle sjen en de wûne hwet ouwaskje en der hwet op lidse.“

»Né, sa slim is 't net; ik mat mar hwet kald wetter ha." Do Franke de hölle ouwosken hie, foel er op in stoel del en sei: »Dat wier in rare jün, en ik hied er my safölle moais fen foarsteld."

»Nou," sei Sape, do er seach dat Franke ongemak net slim wier, 't is by sa'n gelegenheid doch goed, dat men in friùn by ien het lik as Japik, dy ien for bruyen biwarret tröch ien ta de doar ût to triuwen."

»Ik bigrip sin hannelwise allike min as in open oare dingen, mar ik seil to nacht tiid ha om der oer to tinken. Ik mat mar nei bed; oer min wûne hoeft heit gjin noed to habben; dy seil wol gau wer better wèse. Goe nacht!"

»Mat for my den alles in forgif foroarje ? rop Franke, do er in sin keamerke kaem, en sin each foel op de blommen fen Maryke, dy der in in flesse op 'e tafel stiene, der de moanne moai op skinde. »t Liket wol dat ik allike min goed ontfange ken as goed dwaen. Ho freeslik mat ik nou de wierheid onderfine fen in sprekwird, der 'k faek om lake ha: »As 't bry reint lidse min skûtels omkeard." Maryke kaem my sa friùnlik to-miette en ik stie foar hiar as in stomeling — en 'k ging by hiar wei om my by de domme heap hûn in 'e tsjerke to meitsen. Nou, it lean is nei 't wirk. De doarnen fen disse rosen dögge my searder as roue boeresynten 't my dwaen kenne, hwent hiar stekken ha 'k fortsienne."

By 't tinken aan 't foarfallene in de herberge wier 't sin treast: »Ik hie 't riuchte foar"; mar dat er him by Maryke sa mal hal-den en dragen hie, dat kronk him danich; hwent hia halde hiar omuers sa best. Hy trape in sin keamerke, dat oars net as tröch de moanne forliochte wier, hiinne en wer en socht mei allerhanne dingen dy onnochlike tinkbielden ût sin hölle to tordriuwen. Mar dat woe net slagje. Jimmer bleau er foar de tafel stean en seach nei de rosen fen Maryke, sa lang dat er tröch 't gesiong en gegûl op 'e bûrren wer ût sin mimering outwekke. Hy die 't fenster iepen en seach it folk, dat ût de herberge kaem, trurich nei. Hy

heerde 't kreakjen en taslaen fen doaren, mei gauens seach er in forskate husen liocht kommen en wer wei warden, — en oeral wier 't wer stil.

Ienlik stie de moanne aan de skiere loft sonder steарren. De wijn waide hearstich, de beammen kreaken, de fensters klikkeren en 't ging Franke huverich oer de lea. »Ja,« tocht er, »it libben is hwet oars as 't jonge fügeltsje, dat by 't maitiid to wrald kaem, 't him foarstelde, omdat sin alden him nea hwet fortelle koene. As 't nou jammerjend fen de iene takke op 'e oare flucht en forgees om sin utroege nest siken, liket er den net krekt op my? ik hab ommers hioed alles tornield, hwet ik in de leste dagen opboude en hwet ik for de takomst hope.“

»Ben ik dronken of buiten min sinnen?“ sei er nei in poas, wils 't er it fenster ta die. »'t Is wier ik hab de roont hawn fen dy koppige wijn, dy 'k sa selde kry. Mar yet pinicht my de oerbliuwne wonde; yet fiel ik ho Japik my beet pakte, en stellich ha 'k yet nea sa klear en wier tocht as nou, howol it heilige my bispotlik en 't sliuchte my wiis foarkint. Japik het wol nei wierheid scin: as in menske sa 't er is, de man tomiette kaem dy hy mient to wesen, den scoene se elkoar net kenne. Min hiele libben wier in biwiis for de wierheid fen dy warden. Spitsch is 't, dat men mei 't fortrouen op ien sels ek sa biuster folle forliest, dat men ien oan neat mear halde ken; net mear oan de strange heit, net mear oan de fromme mem en net mear oan him, dy ik for sa trou en sterk halde.“

Sa siet Franke by de tafel to minnenjen, sa lang as er in 'e slom rekke en droounde fen de stille lökkige dagen, dy er op 't pleatske tröchbrocht hie; hy wier in 't field om krüden to sinkjen for Bartele's sike kou. Der seach er in ienen net fier fen him ou in keppel boeresynten, der wieren goeds by dy jeneverflessen en healelange pipen mei luid geröp in 'e hichte halden, wils 't oaren bidaerd sieten to siongen:

Ras bloeyen rosen in eene lonte,  
Ras staan se dor en van blad'ren heroofd.

Sa gau as se Franke seagen forsochten se him by hiar to kommen en frolik to wesen. Mar hy fieldde him dertröch biledige en rop hiar lorachtlik ta : »As jimme yet miene, dat sök pleisier my net to gemien is, den kenne jumme Franke lang net." Do sprongen hia woedend oerein, gripten hiar lange stokken en setten Franke nei. Hy naem de flecht, mar kaem al gau foar in djieppe greit, der er gjin wetter en ek gjin boajem in sjen koed; hy woe deroer springe, mar glied ût en foel nei onderen; en dat gîng al jimmer djiesser en djiesser, krekt as der in gat in 't ierdrik wier, hwertröch hy nou by de tsjinfoetters tolânnne komme scoe. Derby fleach mei freeslike feart alles, hwet er in sîn libben dien hie him foarby, en al sîn greatske, selssuchtige en lieafdeloase tinkbilden moast er him to binnen bringe. De löft waerd al jimmer hietter en nearer en hy fieldde dat sîn kreften hiar al geande wei bijowgen, Hy knîpte sîn eagen ta en die se net wer iepen sa lang as er in tongerhaftige stemme him taröppen hearde: »Net nei de útkomst, nei de wille en de bedoeling wirdt hier oardield. Dou scitte ha, hwetst dy winskeste."

Franke wist dat er nou foar Gods riuchterstoel wier; hy doarst net opsjen, mar wachte triljend ou hwet er komme scoe. In 't rûn om him hinne hied er in hiele bûlte doarren opmirken; ien derfen gîng iepen en in kreft as fen in ougrislike hirde stormwîn, dreau Franke in in seale, dy op sîn minst sa great wier as hiele Jinsenbûrren ; it wier de himel sa 't Franke him dy as jonge altiid foarsteld hie. Oan lange, mei allerhanne kleuren biskildere tafels sieten hiele greate rigen alte wiven, grise mantjes, dy siik liken en litse bern mei sierlik moai forgulde tsjerkboekjes in de hannen. In eintsje fen dy tafels ou seach Franke, do er nysgierrich rûnkipe, forskate tige tsioklivige mannen, krekt sökken lik as er in sîn bernetiid de keingen him foarsteld hie. Hia wieren op sîn minst in hölle greater as de oaren en hiene steken op krekt as de witsjes, dy Franke wol ris to Leauerd sioen hie, as er mei heit for in kear der hinne wier. Dy steken wieren mei goud oumakke en greate blinkende plommen hiene se der op.

Hiar lange jassen wieren omtrent alhiel biset mei knopen, makke sen gloednye riksdaelders, dy Franke rinkeljen hearde, sa faek as de heechheden de han foar de mûle diene om 't gapjen to forbergjen. Yette bleau alles stil, mar der stiene efter in 'e scale goeds op sen de tafel, dy Franke net earder opmirken hie; it wieren allegearre hearen, sommigen klaid as dominys, sommigen as oare foarnamme liu. Hia hiene spilwirken in 'e hannen, sioelen, fluiten, klarinetten en koperen hoarnen; hia leyen de liu, dy by de tafels sieten, allegearre notebledden foar, en do bigûnen se to spiljen en to siongen: »Heilig, heilig! drie maal heilig!“ Franke seach dy musikanten forbaesd aan; mannich tronie kaem him bikend foar; grif hied er sen sommige sen dy mannen wol portretten sioen in boeken en tiidskriften. »Dat giet nou wol lûd, mar net botte moai,“ tocht er, do er it siongen in tiidlang forwondere oanheard hie. Hy draide him om, om in in oare seale to gean; mar elter him stie in engel, hwaens triûnlike tronie him Bartele Maryke tobinnen brocht, en dy sei him dat er der, nei Gods oardiel, altiid hie to bliewen.

»Hwet is dit den for in selskip?“ frege Franke ontsteld.

»Mensken lik ast dou se dy altiid winske hest,“ sei de engel; skepsels sonder wille, dy hiar sonder widersoerjowe aan de lieding sen de earste de beste. Dy der sa ienlik sitte benne ek liu sen dat slach, howol der hiar in krone in 'e widse fallen is. Hia kenne, allike min as de oaren, bileanne en bistrraft wirde, for alles hwet se dien habbe. Dy mei dy spilwirken benne wraldforbetterers, lik as dou, hiar tredde wird wier altiid in wird sen toriuebtwising. Hia habbe wittende en onwittende in bulle goeds biwirke; mar hier wirdt nei de bidoeling riuchte, en hier is hiar plak. Sommige sen hiarren habbe hier al hûnderden sen jierren west en nou benne se er mei dwaende om dit selskip it »driemaalheilig“ siongen to learen.

»En dat,“ sei Franke fortretlik, »dat wier sadwaende de freugde, dy yet gjin each sioen, gjin ear heard en.....“

»Dit is de onderste rige sen de löksilligen,“ sei de engel.

»En den is dit nou it plak for sökken, dy hiar hiele ierdske libben aan 't wolwesen fen de meimensken oopofferen?" frege Franke.

»Oopfferen, — fen greatskens of fen bybidoelingen oandriuwn," foegde de engel der by. »Hier habbe se nou hwet se hiar winsken: ienfaldige biwonderers en gelegenheid om hiar kinsten sjen toitten. Hier is hiar plak en dines ek. En nou farwol! ik forlit dy."

Franke skrilde forhestich oerein en waerd wekker. — It wier klear dei, de sinne wier lang al op en kipe trurich ester de wolken wei, siikjende nei de lieave berntsjes, dy de stormnacht hiar yet in 't libben litten hie. Franke brocht him dalik alles wer to binnen hwet er in de leste üren in- en om him foarsfallen wier, en socht dat mei de wonderlike droom oerien to bringen, hwet him sonder fölle höllebrekken ridlik goed lökte. Hy glimke weamoedich do er oer de trurige rol tocht, dy hy in sin himel spilje matten hie, en doch moast er nou bikenne, dat er eigentlik neat better fortsienne hie. Wier 't gjin greate dwaesheid west, om in sangkje de liu hiar wille to bidearren? De engel hie wol gelik do er »ei: »Dat benne de liu, dyst dou dy winskest, by hiar is din plak." — Oars, as Franke in flater in him sels opmirk, plichte er to sidsen: »Dat mat oars wirde!" nou sei er: »Jawol, dat bist dou? Ja, ienfaldige biwonderers, dat benne liu nei din hert." Nei in poaske swyen, sei er: »Dat moast wol in lökkich menske wese, dy alle tearen en falden en spinreachnoekjes fen sin hert kennen leard hie. Sa'n ien scoe him nea mear ergerje, allike min oer himsels as oer oaren."

Franke sprong forhestich fen de stoel op en ging nei sin boekkaske; der socht er in boek ut en der ging er mei nei 't milhüs. It wirkfolk hie 't drinken dien en wier al aan de beusichheid; Franke ging swyend by de tafel sitten, der 't moarnsiten en de thé foar heit en him klear stie. Sape kaem in en frege Franke ho 't mei him wier. Hy sei: »Goed heit. Is mem yet net' thüs?"

»Né," sei Sape, mar do er seach, dat Franke it boek tsjin 't fiür oan halde sei er: »Hwet hest der? hwet wost nou?"

»It Dorp der goudmakers hab ik, en dat wol 'k forbarne." —

»En dat boek der hest altiid sa heech mei roan."

»Ja wrachtich ! it het onheil genoch in min hölle oanriuchte."

»Nou, dou bist fest wol wiser!" sei Sape en skoerde him 't boek út 'e hadden. »Lesten hest din eerste pear skoentsjes sun en in de kas opbirgen ; nou as dit boek dy net mear past, lids it den by dy skoentsjes! — Kom, wy scille mar ris hwet thédrinke."

Sape skonk ris in en bigûn mei sin stik iten, it bidden moarns by de tafel lieten se aan de weesjonges oer.

»Den komt it jo ek sa foar," sei Franke, »dat dit boek in berneskûch west het, dy my nou net mear past?"

»Nou, ik bigjin wrichtich to twifelen oan de mogelijkheid fen sa'n persoan lik as dy skoalmaster; dy skiednis ken net wier wese."

»Onmogelik !" sei Franke. »Ho scoe ien sa'n man in hiel dorp fol domme en dwarse mensken sa forbetterje en foarut helpe kenne ? Wy benne 't nou sadwaende mei 'n oar iens."

»Ik hoopje dat wy 't wirde," wier 't bidaerde antwird fen heit. »De dwaesheden en lekken en brekken fen oaren ha 'k nea tröch de fingers sioen ; derom is 't net mear as billik dat ik my sels ek ris bisiuch. Witst wel hwerfor ik dy groot brocht hab , of hest der yet nea oer neitocht ?

Franke seach forlegen op 'e tafel del en swige.

»Nou goed , dou hest neitocht , dat siuch ik wol en ek siuch ik , datst der net fölle wille by sun heste. In libben, lik as ik libbe ha , is gjin gekheid. Ik hab onderfun ho 't honger in menske ondermint en forlanimet en sin beste kreften forslint en hertstochten opwekket. De bidlers fine woldwaners , de flayers friûnen en de hûchlers biskermers, mar 't bern fen in earme handwirksman , dat yet net alles oer him gean lit en yet net tröch en tröch gemien is, — sa'n bern fint gjin friûnen. Do 'k my net mear dildich fen Hans Fetses oubruye liet, mar him toande hwa fen usen de sterkste wier, do liet sin heit my gjin stûr mear fortsgienje , en de earinhertige Jan skearder kaem for my in 't plak. Sökke foarbielden koe 'k dagen oanien forhelje, as'k

er nocht aan hie. Alles like er op inriuchte to wesen om de earmen tröch de riken en de riken tröch de earmen to bidearren. To biddeljen wier 'k to greatsk; ik hie wei west, Franke, as 'k net in goed plak sun hie by min omke. Ik ben hwet wirden omdat ik hwet wirde woe. Ik kaem rik werom, en nou woe 'k my op de riken wreke en de earmen helpe. Mannich lits man hab ik bystien om to bliuwen hwet er wier, oaren, lik as Klaes timmerman, ha 'k holpen om in handwirk to learen. Dertröch waerden de boeren ful op my, hwent hia tochten, dat de arbeiders hier krap wirde scoene, en sadwaende de dagenhier heger. Dou kenst bigripe hwet in onwaer der losbriek do ik er in 't iepenbier fen bigûn to praten, dat it earmejild-biteljen hier lang net in 't lik op ging, dat de grote boeren te min en de sliucht-wei handwirksliu tofolle bitellen. Dat hie gesaerlik wirde kennen as net krekt op 'e tiid de blits fen de preekstoel op my sketten wier en ek min oanhingers onmachtich slein hie. Letter seoe 'k wol in 't iepenlike libben ingript ha, mar den scoe 'k it likme al-lenne mei heech en leech, mei bistudearre en onbistudearre liu to dwaen krike ha, en derta hie 'k gijn goede opfieding hawn. Dou hoeft net, lik as ik, in din beste jierren for 't brea to skrippen, derom mast dou, mei min jild, ek min amt erve, en in 'e huis en in 't dorp mast dou oanfange, der ik ophalden ben. Nimmen, as Bartele Doue, seach ik lieafst by dy in min huis. Fen him koe 'k wollicht in friûn en oanhald for dy meitse. Mar hy waerd al to fry tsjinoer de iepenlike miening, hwent hy wier to swak om himsels to bihearskjen. Altijd by Bartele wier hy licht lökkiger wirden, altijd by my deugilsumer, mar wy habbe him beide bidoarn. Dou hest fen din mem hwet waechshaf-tichs in din geenoed oererfd en dou bist to waern om dat ste-vich en fest to meitsen. In din ech-opslach siuch ik in klachte tsjin my, dat stiet my net oan. Ik wol great wese of freeslik. Jenkear, as earme goede jonge, hab ik ek weak west, mar, 'k ben hird wirden; nou onforskillich to wesen dat wol my net slachje en doch wier dat it forstannichste, bihagelik to libjen it noch-

likste. Dit woe'k dy hioed sidse, al hab ik foarhinne wol hiel oars praten. Din goede mem — der komt se oan."

»Godtank!“ rop Maike, alhiel ester de siken. »Franke sit hier! hia habbe my tosoaren lieagen — dy onmensken — dy onmensken. Mar né, ik wol neat mear sidse, mar God tankje dat it net wier is. Heal dea, waerd my sein, hiene se dy slain.“

»Né, my skeelt neat,“ sei Franke, en liet hiar sin hölle sjen.

»Ja, mar dou bist sa bleek en hwet hest der in raer plak by 't each. In wonder het dy for de dead biwarre, der ken men wer oan sjen dat er in biskermjende foarsienichheid libbet. Ja Sape, dou hest wol gelik, al woe ik 't net leauwe, dat it hier mal folk is. Alles hwetst dou er wol fen sein heste is yet lang net gemien genoch. Mar hia habbe ús doch gjin leed dwaen kennen. God het Franke biwarre, en út sa'n selskip smiten to wirden is gjin skande. Alle goede mensken scille dy heechachtsje as hiar de saek mar nei wierheid forhelle wirdt.“

Dat wier de seaste goedhertige mem, dy allenne tröch de lieafde for hiar Franke ta sa'n, lichtwol hwet al to hird oardiel, oer oare mensken brocht wirde koe. Likwol mar for in amery, hwent neat wier in steat de suvere himel fen hiar gemoed sa to biwolkjen, dat hia 't fortrouen op God en 't leauen oan goede mensken, de liedstearre in de tsiustere libbensnachten, — alhiel forlear. Hia tocht er dalik om hofolle slimmer it mei Franke oanrenne kend hie, en dat makke hiar it hert sa weak dat se dalik Franke's fyanden alles forjowch. Hia like to hoopjen, dat elk insjen scoe ho'n grousum onriucht se Franke oandien hiene, en dat se him graech de han tarikke scoene om op 'e ny friënskip mei him to sluten.

»Ja for de reine is alles rein,“ tochte Franke. »It goede sloof haldt my bynei for in marteler fen in heilige saek en de oaren for swakke nensken, dy licht ta 't kwea, mar ek wer licht ta 't goede to bringen benne. As se my en dy oaren goed koe, hia scoe bisoue oer hiar al to twifelriedidige soan. Mar 't is min plicht iepenhertich niunnen hiar te wesen. Ik mat hiar alles meidele.

Sa siet Franke to tinken, do Sape sei: »t Komt my sa foar dat út dy herbergstriiid de húsfrede foartkomme scil; elk fen úsen siucht doch einlings in, dat er mis wier, en hwerin. Ja Maike, niis krekt sa ha'k it Franke bikend dat de opfieding, dy ik him jown hab, in mislökte west het.“

»Franke's opfieding,“ smiet Maike der boppe op, »dy hoeft net leech to liden. Dy mat goed en riucht west ha, hwent hy is in kerel warden der gjin ien hier in 't dorp tsjin út ken.“

Franke moast prate, mar koe sonder hoatsjen net oan 'e gong komme. »t Komt my sa foar,“ sei er, »dat jy de tadracht fen de hiele sack net goed fortellen heard ha. 't Ken siker net lye dat jy my prijsje.“

»Mar wol dat ik it döch,“ sei Sape. »Ik gîng mei nei de herberge net allenne om sîn sin to dwaen, mar ek omdat ik him net alhiel allenne oerlitte woe aan Japik, hwent dy het Franke fen 't simmer hiel oars makke as ik him ha woe. Mar ik seach gau, ta mîn bliidskip, dat de alte Adam yet in de jonge sit. Mar 'k hab ek sioen, dat hy nea in steat wêse scil om to dwaen hwet ik fen him forwachte, om 't er al to krekt warden is sa 't ik him ha woe. Hy is gjin hûchler, dy mei list herten en stemmen siket to winnen, mar ek gjin dildich laem, dat út lieafde for de wrald de sonden fen de wrald draecht. Né, hy doar de mensken by hiar domme streken allike lûd as ik, in hiar bywesen útlaitse en siucht se fiers to naukeurich in de kaert om se lieaf ha to kennen. Hy is gjin dogeneat en gjin domkop, en as er mîn plannen útfiere wol scil 't him allike suterich forgean as my, dat siueh ik nou in. Hwet ha 'k er my altiid fölle sen foarsteld om sen Franke in kerel to meitsen nei mîn smaek, en den der in eare in to stellen. Ja, ik hie moaye plannen, mar 't wieren oars neat as plannen. Ik moast eigenlik de liu hiar rie mar folge ha, en hie de jonge studearje littien.“

»Wonderlike earsuchtige man!“ sei Maike nortich, »hest er den neat mei op om frolik mei de mensken der hinne to libjen?“

»Wonderlik selssuchtich wiil!“ baude Sape hiar nei, »hest gjin

bigrîp oer 't libbenslök fen din soan? De sonderling past net by de boeren in de jachtweide, en de boeresoan mei sîn bûthûslucht net by dokter in de hearekeamer. Hy is to great ta 'n skûtel-doeck en to lits ta'n dweil."

»Ik hoef in de herberge hiel end al gjin plak," sei Franke wîls 't er twisken heit en men stean gîng en hiar elk by in han krike. »Hier in ûs hûs twisken jimme is min plak; lit my hier lökkich wêse en jimme lökkich meitse."

»Nou wieren wy den einlings allegearre byien!" sei Sape fleurich. »Hûslik lök is grif 't moaiste. Ta slettene fensters útsjen en laitse om de wonderlike menskebern, dat is 't forstannichste; oars net Franke?"

Franke bitocht him in poaske en do sei er: »Dy laitse ken en wol om dwaesheden en lekken en brekken, fint stoffe genoch in him sels en by oaren."

»Dat scil wol wier wêse," sei Maike; »Mar ik scil sjen dat ik mei min wirk oan 'e gong kom."

Sape en Franke gingen ek by elkoar wei, en sa einige dat petear.

## X. Allerhanne Foroaringen.

---

Kort derop barden der in pear ongelokken in Jinsenbûrren, alteas for de mensken dy 't neist oangong, mar for Franke brochten se mear gelök to wei. It earste wier, dat de aldfaem op Sape's lits pleatske hiar skonk tobarnde aan siedende sùpenbry. Do moast dat menske sitte der se siet en de skonk rekke sa oerstiûr, dat er foarearst gjin ein oan dat lyen to wachtsjen wier. Nou dat redde him der mei dy boerkery yet al sahwet, hwent Japik koe him mei alles redde, mei itensieden en mei bûtermeitsen ek wol as 't er op oankaem. Mar sonder faem koe 't spil doch op in dûr net gean; der kaem ek al wer in faem,

mar dy mocht der op 'e romte net graech acrdsje , en derby  
wier se in hiar wirk net ien sen de beste. Sadwaende wier 't  
spil der alhiel sen de streek. It twade ongelök wier, dat Japik  
sin sister hiar man kaem to forliesen. Dy liu hiene hwet kou-  
melkery in 'e bùrren en der aerlich hiar brea mei. Mar do de  
man der by wei rekke wier de widdou skien forlegen en wist  
net ho se hiar redde scoe mei trye lítse bern; hwent hia wier  
ek mar in swak skip en wol gau ris bûten order. Neat like  
hiar better en moayer ta as dat Japik by hiar kaem to wenjen.  
Japik praette der mei Sape oer en do wier de boer in ienen  
biredt. Hy sei: »Dy boerkery der op 't lits pleatske mat mar  
ophalde. Ik set hier thús safolle ky op as ik bergje ken,  
en de oare forkeapje 'k. Wy halbe der best hea sitten, dat  
scil by 't winter sin jild wol jilde ; hwent er is in bult forbroeid  
hea, om 't in hopen boeren 't sen 't simmer fiers to wiet  
en grien inhelle ha. Dat ald hûs der is boufallich en oan swier  
onderhald ta, dat smit ik lieaver takomm' maitiid del, en den  
brûk ik 't lan to fetweidsjen.

Sa kaem Japik Setboer in 'e bùrren to wenjen, en dat waerd  
in gelök for Franke. Tröch dat foarsfal in de herberge wier de  
jongfynt ta 't insjen komid; dat er 't folk yet lang net goed koe  
en bigriep, en dat er forkeard die as er in in selskip mei sin  
wîsheid pronkje en ût de hichte op oaren del sjen woe. Japik,  
dy Franke kennen leard hie en wiste dat er 't goed miende,  
al lei er 't foarkeard oan, kaem him to miette om him op in  
oare wei to bringen. Hy noadige Franke ris by him to koffi-  
drinken en der in stik of trye sen de forstannichste fynten ût  
Jinsenbùrren by. Dy krigen 't dy jûns al mei Franke op en  
noadgen him om ek ris mei Japik by hiar to kommaen. Sa rekke  
er op 'o gleed, hy noadige ek ris goeds by him, sa krike er  
mei gauens forskate goede frûnen , dy ût hiar sels by him in-  
rennen kamen en graech sen him leare woene.

Sape hic de gek er mei, dat de jonge him fiers tofölle nei dy  
domme knapen skikte, dat moast er, nei de alde sin miening, net

dwaen. Mar Maike wier der mei in 't skik en Franke sels fieldde him lökkiger as to foaren.

Liuwe kastlein bigün der al tsjin dominy oer to eameljen : as dy omgong mei Franke, net gefaerlik wêse scoe for de fytten. Dy frymitseler en sin soan wieren listich ; tsjin hiar redenasies wieren dy jonge knapen net birekkene, hia koene der ongemirken forkearde dingen in 'e hölle krye. Dominy mocht der in 't fra-gelearen of op 'e preekstoel wol ris hwet fen sidse. — Dominy makke him der hwet on, hy sei, hy scoe sin eigen dwaen wol witte ; mar hy tochte : Do 'k op Sape allenne ûtfoel, hie 'k de hiele gemeinte op min han, mar as 'k nou bigün, scoe 'k in hiele oanhang ta party krye kenne en den makke 'k it minder inpleats fen better ; derom is 't best dat 'k my deastil hald.

Do 't bledsje sa moai omkeard wier mei Franke, wier der yet ien ding dat him hindere : dat er him dy sneins sa mal halden hie tsjin Bartele Maryke. Hy woe dat graech wer in order ha; mar gelegenheid om hiar allenne to reden to kommen wier der hast net, hwent hia siet altiid by heit thûs ; hia kaem oars net op in baen as sneins nei tsjerke. Hy woe wol graech op in sneintojün nei hiar tagean, lik as 't in fetsoenlik fyt bitammet; mar hy — doarst net om Bartele ? — Ja en né. Bang fen Bartele wier er net, hy hied er hiel wol sin oan om dy alte stiifkop ris to sidsen hwer 't op stie, mar hy koe foarut wol bisjen, as hy der kaem scoe de alte him de doar wise, den wier der great kans dat se wirden mei 'n oar kriegen, der scoe Bartele neat wiser fen wirde, mar Franke scoe him sels der wer in hiel ein mei esterut arbeidsje.

Sape rekke de hearstmes nei Drachtstermerke. Om 't er koufē to missen hie, woed er wol ris sjen ho 't der ging mei de jilding fen de bisten — en hy woed ek wol ris in ûtflechtsje ha. En der in Drachtster merke mette er Bartele Doue. Dy woe him earst al onbikend halde, mar Sape koe him to goed, howol er biuster foroare wier. Hy spriek him oan, en do helle 'r der ek net for om ; hy forhelle Sape, dat er boerefyt wier,

by 'n grote seanbaes, in ure of trye oan de oare kant Drachten dy for sin lieashabbery hwet koumelkery hie, en der moast Doue op tasjen. Hia praeften yet fierder, en do forhelle Doue, hy hie nou in goed plak, mar 't bleau doch altiid wier: Freamd wirdt nea nen eigen. As 'k wiste dat heit my wer goed en wol onder sin dak ninime woe, en my fetsoenlik bihannelje -- den woe 'k wol wer thûs komme." Sape kaem fen de bistemerke werom, en 't nys dat er Doue der spritsen hie gîng al gau trôch de bûrren. It kaem Bartele niunkelitsen ek to earen, en mei ien waerd er wijs dat de frymitseler in hele poas lin ek al in brief fen Doue krike hie. Fen dy ure of oan wier 't krekt as Bartele sin gewisse wekker waerd, en dat er der mei ompakte dat er sin soan sa raer foartjage hie. Alteas hy koe sa wonderlik emrenne en wier in al sin dwaen en litten safolle oars as oars, dat de arbeiders tsjin elkoar seyen: »De boer het faye teikens."

As immen slim siik leit den benne »faye teikens" foarteikens fen de oansteande dead, mar as immen sun is, den neamt men 't »faye teikens," as er dingen docht of seit, dy men hiel end al net fen him forwachtsje scoe. Maryke, dy oars mei hiar heit oer alle dingen praepte, en der er hast alles fen op koe, weage 't nea net om tsjin him oer hiar broer Doue to biginnen, om 't hia wiste dat er den in ienen likl waerd en hiar swyen hiet. En nou bigûn er der alle ameryen sels oer; hy hie 't er mei to dwaen, dat koe se fornemme. »Mar," sei er altiid »ik hie dûbelde reden, hwent hy liichde my tige tofoaren en hy het my bistellen." — Der socht er sin onrest mei del to bedsjen, mar Maryke mirk it klear enoch dat dit him net slagje woe.

Ienkear op in moarn like Bartele de opredderskoarts to kryen. It wier him in 't sin komd dat er yet nea net ris goed socht hie om dat jild, dat er miste sont Doue foart west hie. It kaem him sels onbigrifplik foar, hwerom 't er yet nea dat harntsje ris tige trôchsocht hie, der er foarhinne wol ris hwet plichte to bergjen. Dat harntsje wier in esterhoekje in sin alder-

wetsk hûs, der se rommelryen en oare spullen gearbrochten, dy se by de dei lans net brûkten. En der bigûn er sa mar in ienen alles onderst boppe en fan 't plak to skoerren. Der lai in estrik in de flier, der wier in teiken oan, dat wist oars gjin ien as hy sels; dy estrik woed er ris optille; 't wier krekt as der him hwet fen foarstie, dat der yet wol hwet onder sitte koe. Maryke mirk oan de hele man wol, dat it him mei al sin iwer folle mear om Doue sîn onskild to dwaen wier as om 't jild dat er sochte. Ho fôl hope hia wier dat er 't fine scoe, hia waerd doch yet alderfreeslikste kjel do heit in de keamer setten kaem, mei 'n alte smoarge pong mei jild in 'e han en útrop: »Ik hab it, Maryke! Godtank, ik hab it!»

Doue wier sadwaende gjin dief; dat hie se likwol ek altiid al tocht. Mar do Bartele der ek sa klear as de dei fen oertsige wier, do wier de alman yet ongelokkiger as tofoaren, hwent nou moast er himsels forwite dat er al to oerhaestich de jonge fen him staet hie. Der pakte er biuster mei om. Skild bikenne en prikken in 't wirk stelle dat Doue thûs kaem — der kaem Bartele sîn alte stive hölle tsjin op. As de jonge út himsels werom kaem en 't net dwars foar hie, den scoe heit him dalik wer in genade oannimme; mar hij de earste stap dwaen en de jonge de hölle in de skette lidse: der koed er min oergear komme. Maryke weage 't om foar to stellen, dat hia Doue ris in brief skreau. »In brief skriuwe?» sei Bartele: »wy witte ommers net ienris hwer 'ter krekt wennet; om dat wis to wirden scoene wy de frymitseler freegje matte: en dat wol ik net.»

It waerd winterich en 't bigûn nei Nyjier to lûken. It gritenybistiûr bigûn to tinken om de dingen dy den in order wêse moasten. De eigentlike gritman lai siik to Leauerd, en Egge Blomterp stie dertröh in wierheid in 't plak fan de gritman. Nou wier de saek fen 't ny fearskip útrocen ta neidiel fen Fink, wier útwiisd dat Liuwe kastelein fryichheid hie om in twade fearskip in de feart to lidsen. In de tiid do Egge ful op Fink vier hied de gritmanboer de saek sa sterk ta neidiel fen Fink

tröchdriwn, dat do Fink en Reinou onderwiles wer iens waerden en Egge ek om 't bilang en de eare fen sîn dochter mar forgeat en forjowch hwet er bard wie, — do koed er de fearskip-saek net wer oarsom draye, alteas den scoe 't hwet *al te al te* fölle in 't each roan ha. Mar nou moasten de kosten bitelle wirde. Hwer scoene dy wei komme? Om dy Fink bitelje to litten, dy bûtendat al skea genôch sen 't spil krike, dat scoe onbillik wêse, derin wieren Egge en sîn friûnen 't mei 'n oar iens. Hia woene 't Liuwe kastlein wol op 't liif plakke, mar den hiene se sorch dat se de frymitseler aan 'e hals kriegen, en der hiene se gjin sin oan. Derom tocht hiar, scoene se de Jinsenbürster liu allegearre mar hwet mear carnejild bitelje litte, dat wier de kortste klap. Dat bikûpen se bûten Bartele Doues, en hia tochten dat sa mar stil tröchgean to litten; hwent hia wisten dat Bartele strang wier op sîn plicht as lid fen 't griteny-bistiûr, hy woe net ha, dat öch sîn skild in menske in stûr to kort kaem. Mar hy krike dat doch in 'e noas en do dat ding in in forgearringe op 'e tafel kaem, do sei er hy koe der net goed by.

»Ja,« sei Egge, »dat is natûrlik; it is in dorpssaek en derom matte de dorpsliu 't ek mei'n oar bitelje. It hiele dorp het er bilang by dat er in twade skip komt, wirdt er sein, nou is 't ommers ek net mear as billik dat it dorp de kosten draecht.«

»Net mear as billik? Miene jy dat sikerwier!«

»As 'k dat mien? Ik sit hier net om grappen to meitsen.«

»Nou ik den ek net!« sei Bartele nidich en sprong oerein en smiet sîn stoel in ein efterût.

»Dat witte wy wol,« sei Egge bidaerd

Tröch dy bidaerdens bûn Bartele wer in, hy sei: »Nou, mar hwet bilang het dy en dy widdou en dy en dy arbeider by 't fearskip? De helte fen de dorpsliu ha der gjin bilang by.«

Egge woe lieftst gjin opskoer ha, derom sei er al wer allike restich: »Jy habbe oen de iene kant gjin ongelik, Bartele, mar 't is doch hast nea sa to meitsen of de iene bitellet wol ris hwet foar de oare; dit is nou sa knipt, it mat ek sa naid wirde.«

»Dat de iene for de oare bitellet, der wirdt hier al genoch oer klage, en as jy dat nou yette slimmer meitse, den mei gjin ien jo mear lye. Dat der by de srymitseler byienkomsten pleats ha, der ha jy in hekel oan en ik ek, hwent der wirdt net fölle goeds útbret. Mar dat in hele boel liu ontfreden benne oer 't earmejild, der het Sape gjin skild oan; dat is jou skild, En dat dy byienkomsten by Sape stadich oanwinne, der ha jy ek skild oan, hwent elk mat it him tastemme as er sen jou seit, dat jou oansjen in mûrre is der jy jo efter forskûlje om allerhanne knoeyeryen út to sieren. Dat seit Sape fen jo, en hy makket it yet fiers to fetsoenlik, — dat sids ik. Mar dy mûrre, der Sape fen sei, der komt in gat in, in great gat, en ik ben de ienichste net, dy der trôch sjen ken. Dat gat seil yette greater wirde, hwent, jimme domkoppen! jimme brekke sels de mûrre ou, en Sape en sin oanhingers habbe neat to dwacn as de stiennen to nimmen, om jimme der mei foart to jeyen. Dy Sape is ek in kerel sonder omtinken, mar sa dom as jimme is er net, — wrachtich net!“

»Ei kom! hwet spil meitse jy hier?“ seyen de oare bistûrs-leden; »jy forbrekke sels de mûrre. Hwet miene jy, dat wy 't alle alte wîven oan 'e noas hingje wolle hwerfor se sa en safölle bitelje matte?“

»Né, sa dom skat ik jimme net, mar dat hoeft ek net; tink er mar om! Sape scil de liu wol wekker meitse, en dat mei ek wol.“

»Hia benne allegearre bang fen de doarwaerder. Hia meye hwet lûd röppe, as se mar in somasie krye, den bitelje se al.“

»Jawol, 't is allike fölle as 't er mar komt; wollens of mei gewelt, riucht of mei onriucht, dat is jimme 't selde. Sape het gelik as er seit, dat allenne dy liu yet oan deugd en geriuchtichheid leaue dy hiar fen jimme 't fel oer de nekke helje litte matte. Ja, der het Sape gelik oan, dat het er.“

De gritman waerd poer. Hy sprong oerein, hy rolle foar Bartele de fûst op en sei: »Kerel, as 't dy hier net nei 't sin giet, gean den hinne. Spítige reden ha wy nou genoch fen dy heard.“

»En as ik nou net gean wol?“ sei Bartele. »Wost it mei fûsten oumitse, den ben ik klear.“

»Né, ik scil dy net oanroere, mar aste net gean wotte, mast yet hwet sen my hearre.”

»Ik harkje al.”

»Dou mast dy sels earst ris bisjen earst in oar bigjinsté út to meitsen for al hwet gemien is. Hwa is de heit, dy him skammet oer sín eigen ienichste soan, ja sadanich him skamje mat, dat er dy soan foartjaget as in gemiene bidler? Hier in ús dorp ha wy sa 'n man, ek mar ien, en dy stiet hier foar ús, en dy wol ús leare ho wy 't folk regearje scille. Hy bikommert him oer widdouen en wesen, en sín soan lit er poer in 'e freamde omtorkje; hy wit neat fen him en wol neat fen him witte; oan de forachte frymitseler doar de forsköppeling in brief skriuwe, mar oan sín eigen heit net. De gefaerlikste man fen ús dorp is der mei dwaende om dy forsköppeling alhiel in 't ongelök to helpen. Ja, Bartele! jou soan scil ek tinke: Sape het gelik; great ge-lik; — en derom scil er brieven oan him skriuwe.”

Bartele wier sa wit as in mûrre. Hy sei: »Hest ek mear to sidsen?”

»Né!”

»Den hab ik dit yet to sidsen, dat jimme by Skinderhannes bende thús hearre.”

Hia laken him csternei. Twa fen de ledén müskoppen tsjin elkoar: »Dy het genoch for hioed. Egge Blomterp ken 't doch dealse sindlik sidse.”

Bartele ging rigelriucht op 't húus fen de frymitseler oan. Dat wier de ienichste man in 't dorp dy 't weagje doarst om altiid de wierheid to sidsen en dertröch wieren alle liu, dy in hekel oan de wierheid hiene, sin fyannen. Mar hy wier nou ek de ienichste in 't dorp dy Bartele forstean koe. En sa'n ien moast er ha, hy moast sín hert útprate en forjeffenis freegje, dat er net fólle earder ta 't ïnsjen komd wier, dat hia togearre ien wei gean moasten. Dominy mocht er fen sidse hwet er woe, mar Bartele achte 't gjin skande dat er gjin dwaen mear ha woe mei liu, dy op al sín reden oars net wisten to sidsen as: »Dou bist ek net sa'st

hearste to wesen." En den him dingen forwite der hy fölle mear  
lest fen hie, as Doue der fen ha koe. Mar der moast in ein oan  
dat spil komme, en derom moast er by Sape wese, hwent dy koe  
him sidse ho 't mei Doue stie. Alles koe mei Gods help yet  
wol toriuchte komme; Maryke scoed er ek net tsjin ha, dat hy  
wer goefriün waerd mei Sape.

Do Bartele by Sape hüs oankaem wier er fen sin lilkens al  
gans bikomd. Maike waerd sa bliid as in engel, do se Bartele  
seach: »Kom," sei se, »dat is fiks, dat jy hier ek ris wer komme."

»Ja, 't is al lang lin, dat ik hier west hab."

»Dy tiid is my net lang fallen," grommele Sape, en bleau in  
'e hoeke sitten sa 't er siet.

»Nou, dy alte tiid is nou foarby," sei Bartele oerlangsum.

»Dat leue jy likwol doch net."

»Ik hab it onderfün, en nou kom ik om jo to sidsen, dat de  
alte hate ek foarby is."

»Dat is in greate genade for my," sei Sape spîgniskjend, »sa  
great, dat ik it net to weardearjen wit."

»Nou, it is doch binaud!" sei Maike en gîng ontosreden ta  
de keamer ût.

»Genade," sei Bartele, »komt hier net by to pas. Jy kenne  
wol bûten my en ik bûten jo. Wy habbe elkoar neat to for-  
tellen; ik woe jo nou mar efkes sidse, dat ik jo net mear on-  
dogenser skat as oaren. As ik hwet op 't hert ha mat it er  
ût; sa ha 'k altiid fen skik west, dertröch ben ik jou iepenlike  
fyand worden en dertröch kom ik nou om jo min han derop  
to jaen, dat wy wer goefriünen wese scille."

»En ho benne jy der ta komd?"

Bartele forhelle in korte worden hwet er bilibje matten hie.  
»Sa is 't gien, en dat is de reden dat ik my nou oan de side stel  
fen de man dy sökke saken bikampet, hy mei den bûtentat wese  
hwet er wol."

»Al wier er ek in frymitseler, by geliks?"

Bartele swige derop en do sei Sape: »Jimme benne in pear

earmhertige kerels, dominy en jo. Elk leaut en bitrouit jimme om 't jimme from en godstienstich likje en fölle mei psalmisiongen piele. Der is den great wékleyen in Israël, as men 't 't onderskie twisken wesen en skin opmerkt. Dat is natürliek en 't ken jimme net kwea nomd wirde as jimme in in hoekje sitten gean om jimme to treastjen mei jimme eigen bravens en bigjinne to jammerjen oer de boase wrald. Mar earmhertich is 't as jimme den hier komme, lik as skoallejonges, dy op 'e bürren de slach forlern ha, mei in hele bulle klachten, en my de rekken for jimme in order bringe litte wolle. Gean hinne en lear om 't mei jo sels klear to spiljen sonder oanhang en sonder friünen, lik as jy my ek twongen ha om dat to learen."

»Sonder oanhang?» sei Bartele. »Is 't den dominy to witgjen dat se him better leauden as jo, as jy in 'e herberge aan 't wird wieren? Is 't my as in ondogensheid to forwiten, dat ik min soan foartjage ha, dy jy ta jou oanhinger meitse woene en nei ligchem en siele bidearre? Ja, dou forlieder, ik ben hier nou om him fen dy werom to easkjen.«

Sape kwartele op in fodsje pompier Doue sin adres, dat jowcher Bartele oer en sei: »Der hest him sa 't ik him dy jaen ken, ik wol dy neat mear skildich wèse.«

Bartele treau dat pompier rûngear in 'e búse en sei: »Wy benne yet net lik. Sin en min forsteurd libbenslök hab ik fen dy to forderjen.«

»Fen jou soan sin ondogense streken hab ik gjin rekkenskip to dwaen,» sei Sape. »It is wier dat ik fen de beide jonges hwet goeds meitse woe, mar 'k hab hiermei ek onderfün dat alle hout gjin timmerhout is.«

»Derüt bigrip ik, dat min jonge net worden is sast dou him ha woeste. Der ben 'k tige mei in 't skik, der bitankje 'k dy for. En nou hoopje 'k, dat ik dy nea wer for 't ien of 't oar hoof to bitankjen,» sei Bartele wils 't er nei de doar gîng.

»Dat selde hoopje ik ek,» sei Sape.

Bartele gîng er út. »Sa kald as in stik iis wier dy kerel,«

sei er in himsels. »Sa wier er fen to foaren doch net. Fen to foaren scoed er my pleisierich de han tarikt ha. Mar 't is doch yet in gelök for my, dat er 't nou net dien het. Wy passe elkoar net — in der twichheid net. En 't beste fen alles is, dat Doue him ek net sinniget. Dat jowt my yet hope for de jonge." — Hy helle 't stik pompier út 'e búse dat Sape him jown hie. »Doue boeresynt, der djiep in 'e Walden, en ik hab hier thús wirk by de bult. Sa mat it net langer."

Maryke wist net hwet se der oan hie, do se heit by Sapes weikommen seach. Scoe Doue der ek ris oankomd wêse? Mar den scoed er ommers wol mei heit nei hûs komme."

»Maryke!" sei Bartele do er ta de doar in kaem, »scoest hier wol in deimannich allenne op 't spil tasjen kenne. Ik wol ris in reis oannimme. Ik hab bigrepen dat ik ris sjen mat hwer Doue stiket der to Winjeterp."

Der waerd Maryke siker kjel sen. »To Winjeterp?" sei se, »dat is fest in freeslik ein hier ou. Ik scil 't hier thús wol redde en 'k wol heit er ek wol graech hinne ha; mar my tinkt dat wirdt in biuster biswierlike reis for heit, in disse tiid fen 't jier."

De lêser scil wol bigripe dat er do yet gjin grintdiken wieren en yet minder stoombooten op 'e binnenwetters. It reisgjen middenden in de winter wier do slim.

Mar Bartele sei: »It is nou yet iepen wetter en wy habbe in skiklike rite waer. As 't bigjint to friesen is 't net sein, dat wy dalik ridber iis ha, en den wier 't yet minder. It mat nou mar wêse, ik ben biredt. Ik scil genoch goede friûnen en in stikmannichworsten by my stekke, en den scil 'k it wol redde."

»Nou," sei Maryke »ik ben bliid dat jy sa biredt benne. Den nimme jy Doue fest my nei hûs."

»Dat is just min plan."

De oare mearns, do 't sahwet bigûn to skimerjen ging Bartele op 'e reis. Onder de inkelden, dy him der op ou stappen seagen wier Franke. Do tochte dy dalik: it liket wol dat de alde fierder scil as hioed; mar nou is 't min gouden ûre, hear.

In de ren fen de dei makke Franke in boadskip by Maryke en do se eskes mei 'n oar praten hiene wieren se 't gau mei'n oar iens. Bartele hie sein, hy scoe net earder as mei in dei of fiouer wer thûs wêse kenne, omdat de dagen sa kort wieren en 't reisjen sa min; as 't yette in dei langer dûrre, den moast Maryke mar net onrestich wêse. Dat Franke in dy tiid alle jûnen by hiar kaem dat ken men hast sen tinken wol ha. Hia bigriepen wol dat se dy tiid to wacht nimme moasten; hwent it stied er mei de beide heiten wer sa fordraid foar, dat as Bartele wer thûs wier, achten se 't net riedsum dat Franke der kaem, der scoene se hiar sels mei esterût arbeidsje. Hia treasten hiar mei de hope, dat it allegearre yet wol ris toriuchte kömme scoe en ek — dat se nou en den yet wol ris gelegenheid fine scoene om by elkoar to kommen, — as se der beide mar op fortocht wieren.

Op tiisdeitomoarn wier Bartele op reis gien nei Leauerd, om der fen denne mei 't fearskip nei Drachten to kommen, en de freedtojâns deroan kaem er wer thûs — mei sîn soan by him. Doue wier huet freamd in 'e klean en hy wier oan himsels ek danich foroare; mar Maryke koe him dalik wol.

Do wier der freugde in dat hûs. Bartele kaem alhiel in sîn twade jeugd, en 't wier Maryke ek fölle rommer om 't hert as fen tofoaren. Doue jowch him in ienen trou oan 't wirk en kaem in 't earst oan net fölle op in baen.

## XI. In Dokteresse. — De Frymitseler snyt him in sîn eigen knift.

---

Ik wit net as jimme wol ris heard habbe fen de ald soldaet fen Healbeam. Dat wier sa'n wonderdokter of divelbander, dy in de earste jierren fen disse iuw yet libbe. In Halbertsma's forhael fen de Reis nei de Fichtmasters wirdt er eskes neamd;

in 't earste boek fen de *Friske Thûl Ulespege* fine jimme der meer fen. Dat is opsteld út it jinge ik fen dy ald soldaet fortellen hearde, do 'k in de greidhoeke wenne. In dy tiid is disse storie foarfallen en do reisge der in dy streken in froumenske fen Leauerd, dy mei dokterjen en wiersidsen pielde, en dy joweh hiar út for in dochter fen de ald soldaet.

Tenkear do Bartele en hiar in 'e hûs sieten to koffidrinken seagen se dat wiif op in baen, mei 'n koerke in 'e earm. »Der ha wy de dochter fen de ald soldaet ek wer,» sei Maryke.

»Hwet het dy to keap?» sei Bartele.

»Net fölle sonders, leau 'k, mar hia wit rie for slimme kwalen en tsioendery,» sa 't hiet.

»O, is dat sa'n ien! Sök folk moasten se 't lân út jeye,» sei de alde; »ik wit net hwerom it lans-regear gjin orders op sökke ousetters stelt. En den ha wy hier Hans Fetses, dy haldt dat fölk aan en jowt se nachtketier, dertröch strune hier hast altiid goeds om.»

In bitsje letter kaem dat selde froumenske der in 'e hûs op sjetten, hia stie by hiar ear 't se 't wisten en mei de iene hân in 'e hichte sei se hiel destich: »Vrede zij ulieden!»

Bartele waerd der siker kjel fen; it wiif seach dat wol en do sei se; »Je sien my verwonderd an, man! ik ben mar in arm en feracht skepsel, se skelle my wel es út foor landloopster, mar ik seg et je, dat menig rike lichtsinnige wereldling der minder an toe is as ik. O! o! as ik je ris fertelle sude wat de Heere an mîn siele daen het, der suden je fan ophoore. Hier in dit aardse tranendal ben ik in arme swerveling, mar dat is nikks, want ik heb in skat fonnen die de roest en de mot niet ferteere selle. De Heere het my bekend maekt met forborgene wetenskappen, der de geleerdste dokters en profesters gien bigrip fan hebbe.»

Bartele hie him onderwiles wer bidarre. »Kom, kom!» sei er, »gean mar hinne! Hwet praeist dou hier fen forborgenhe-

den ! Divelskinsten benne 't, dyst dou kenste. Ik wol neat fen dy witte.”

Inpleats sen soart to gean kaem it wiif op him ta, hia seach him mei gleane eagen oan en sei mei in drīgjende stemme: »Je wete niet wat je segge, man ! 't Is Gods wille dat ik hier ben. Sonder sin wille geschiedt er ommers niks. Hy kon my met sin bliksem slaen of u.y nederploffie in 't diepste fan de see, as 't Him niet behaagde dat ik beston en hier kwam om jou te befryen fan de plaag die in jou beestestal heerst. Hè je niet in de tiid fan in jaar twee fan je beste koeyes ferloren ? En weet je wel, dat de beste koe die je nou nog hebbe, ok al in kwael onder de leden het ?”

»Ilwa het dy dat sein ?” sei Bartele.

»Jou hebbe er meer belang by om te weten wat daarteugen te doen is.”

Dat wie wier, lik as 't menske sei , tocht Bartele by him sels. Ek wier 't wier dat sin beste kou him in in deimannich net sinnige hie. It like doch wol dat dat wiif mear koe as breeten , ho scoe se oars sa ten sin ky witte. As men nou for sökke ongemakken sa'n hūsmiddeltsje krye koene, dat wier oars gjin onsin. Mar 't sidsen wier altiid dat sök folk divelswirken die , en dermei oukeare to wollen hwet God ien tastiürde , dat koe net goed komme. Ja , dy skoander kou der hied er noed mei , mar hy tochte : De Heare is op 't lest de machtichste , derom sei er : »Aste mienste datste my hier sa mar eskes foarby prate scitte, om my op in forkeard paed to bringen , den kinste Bartele sa goed net as din divelskinsten.”

Yet nea hie Maryke it útbolderjen sen hiar heit mei safölle nocht aanheard as do. Hia tochte dat it wiif dalik ousakje scoe, mar dy ging op in stoel sitten en sei bidaerd wei: »Ik kan Bartele beter as hy my. Hy fergeet dat er geskreven staat: Wee u, indien gij een fan deze kleinen ergert; het ware dien menske beter dat een molensteen aan zijn hals gedaan en hij in de zee geworpen werde.”

Bartele tochte: dat wiif sprekt doch in tael dy men fen in onbi-keard en ondogens menske hast net forwachtsje ken.

Hia prachte in ien sike foart. »Hè je niet in de *Waarheid* lesen fan de frome Job? Hy waer ongelukkig en sijn ongeluk kwam fan de Satan. Wie anders sude ook so'n froom man plague kinnen hê? In ons dagen gebeure er sukke dingen ook nog wel, as de mensen 't maer opmerke mochten. God stralt de ware frome niet, mar hy is de Satan en de godloosen in doorn in 't oog, die plague him en socke him te benadeelen so feul as se kanne. God laet dat toe lik as met Job ok, mar hy het er niks op teugen dat men met goede middels, die elke kristenmens betame, de werken der düsternis te keer gaat.”

Do helle se in pûdsje fol goed út hiar koer en hia sei: »Hier is in middel foor alle toekomstige ongemakken onder jou sé. As men dat goed brûkt leart men ok de booswicht kennen, die 't iemans sukke ongemakken anbrocht het.”

Maryke seach wol dat hiar heit bigûn to wifeljen; mar hia koe dat falske gemiene wiif net mear oanhearre; hia gîng er út. Doue sei: »Hwet goed is der in dat poedsje?

»Dat benne krûden fan de berg Sinaï, minhear!“ sei 't wiif en do bigûn se wer tsjin Bartele: »Fan die krûden mut je morgens en avends onder 't melken 'en hansol op in test met fuur in 't bûthûs ferbranne. Hè je in beest op 'e stal dat wat onder 'e leden het, lik as nou jou beste, dan nim je fan so'n beest wat haar en wat bloed, dat roer je deur mekaar. Dan boor je in wiid gat in 'en boom op jou hiem, die 't naast an de hamei staat, en daer stop je dat bloedrige koejehaar in. Dan sal der na ferloop fan tiid, dat kan soms wel sijf weken ontstaan, 'en persoon hier komme út et hûs daer jou fyand in woont, die deur sin duvelskunst jou beesten et kwaed tobrengt; die persoon sal wa fan je te lien frage. Mar as min middel helpe sal, mut em dat niet geven wirde. En nou mut ik gaan, want der benne mear mensen die min help nodich hebbe. Hier in disse omstreken is

teugenwoordich fry wat te doen, want hier skult iemand die meer kan as him goed is."

»Wat kostet dat pûdsjesfol goed?» sei Bartele.

»Dat kost eigenlik niemandal, boer. Mar wil je me wat geve foor èn reispenning op mîn aardse levensweg, — dat mag ik niet fersmade: want ik ben arm na de wereld."

Bartele joweh hiar in riksdaelder; do sei se: »De Heere sal je segene!» en hia ging er op ou. Do kaem Maryke wer in 't milhûs.

Bartele sei: »Dat wiif koe tige prate, en hwet se sei wier ek net forkeard. Men ken sökke dingen wol in 'e wîn slaen, mar men ken se doch ek sealst ris bisiikje, helpt it net, it seal doch ek gjin kwea dwaen." — Hy socht in boar en in mes en roan ta de doar út om in gat in in beam to meitsen.

Doue boarst út fen laitsen, mar Maryke sei: »Ik ken der net om laitse, men mat er ien earder oer skamje."

Doue sei: »Elk het sîn swak. Sape fortrouw Liuwe kastlein en doch wit er allike goed as 't hiele dorp, dat Liuwe de riuchte net is. Mar der mat in ny fearskip komme. Derby is ûs heit sin dommens yet neat. De goede man doar net tinke, derom mat er alle froen geswets for echte munt oannimme. Mar hwa wit hofölle in Jinsenhûrren hiar fen dat wiif beet nimme litte. Likwol söks fortelt de ieue aan de oare net."

»Né, Doue, en wy matte er ek mar tsjin gjin ien fen prate."

»Dat scil ik net dwaen, as 't dou er mar tsjin Franke fen swye kenste."

»Ja wis wol; as Franke min alde heit útlaket, der hab ik gjiu bihagen in."

Der waerd fierder by Bartelles in 'e hûs oer dy saek net meer praten.

It bigûn hwet to friesen en der kaem safölle iis dat er op in leech, alhiel by Jinsenhûrren fiks rideń wirde koe, howol de measte fearten der yet lang net klear for wieren. Do wier it jongfolk alle jûnen oan 't baenriden en dat joweh in biusteren

wille. Bartele, dy fen Marykes fryery mei Franke yet neat wiste, bigûn to bitinken, dat sîn dochter doch ek wol ris hwet mear onder de mensken mochte, oars koe se ek ris alhiel in 't forjittersboek reitse, tocht him. Derom moedige er hiar oan om ek ris op 'e jûnbaen to ride en hia liet hiar derta net lang twinge. Sa kaem Franke in 'e gelegenheid om alle jûnen by hiar to wesen, en hy forsommie dat ek net in kear. Doue miste ek net fölle op 'e jûnbaen en dy rekke oan 'e gleed mei Liuwe kasteins Rinske; hy hie dat fanke al lang in 'e rekken hawn howol in hopen liu der oars fen seyen; »Dy twa passe net riucht by elkoar." Hia woe ek eigentlik sa goed net hingje as Doue 't wol winske: as de gelegenheid him sa oan 'e han jowch, den ried se ek wol ris mei Japik Setboer; 't wier krekt as dy ald knaep ek bistek op dat fanke hie; hy strûnde altiid om hiar hinne. Jûns as 't ride ophalde brocht Franke sîn fanke thûs, ja, mar net fierder as oan 't stalt ta, al wier 't ek op sneintojûn. Bartele fornaem wol hwet er geaude wier, mar hy naem it doch sa goed op, dat er hearrende doaf en sjende blin wier.

Liuwe kastelein bitocht in fûch hirdriideryke onder eigen Jinsen-bûrsters. In silveren mûnstik ta prijs en in silveren útpluser ta premie, dat moasten de riders mei 'n oar bitelje. Dat kaem klear, it jowch in hopen wille en ta bislût in fûge neipret by Liuwe's in 'e jachtweide. Dat dûrre just net lang in 'e nacht op, hwent dat woe de grîtman net lye — mar Franke weage 't om mei Maryke nei hiar hûs to gean, hwent Bartele lai al op bed do hia inkamen. As de alde neat mirk of dat er 't mar oer him gean liet, dat is oan diss' tiid ta net útmakke wirden, mar do 't de moarns in ure of trye waerd, bigûn er to kochgeljen en in 't bed om to wrotten, en do achte Franke 't mar best om nei hûs to gean.

De oare deis wier 't krekt as Sape de mûtse net riucht goed stie; derom hie Franke der gjin nocht oan om de hele dei thûs; to wesen; hy bitocht in boadskip; hy sei: »Der sit yet hwet barn-

hout op 't lits pleatske in de skûrre, dat koe 'k der wol wei helje  
mei de slide." — Sape sei: »Us slide is ommers stikken."

»Den mat ik sjen as 'k Bartelis to lijen krye ken."

»Hwerom nou just Bartelis?" sei Sape, dy der faek om lake  
hie, dat it by de boeren in teiken fen frienskip wier, — as se  
elkoar oer en wer hwet lienden. »Nou hy scil dy de slide wol  
jaen, dou bist him ommers al hwet neyer as sliuchtwei: dou meist  
him altiid wol ta friûn sjen to halden."

Franke waerd sa read as in krael en dat wier 'n teiken dat  
Sape de spiker op 'e kop slein hic. En 't wier sa, Franke hie  
tocht, men mat it iser smeye as 't hiet is; Bartele het tsjinwir-  
dich in wonderlike nochlike rite en sök maitiids-waer komt by  
him sa selde, dat mat men sjen to brûken. Derom woed er ris  
in wird mei Bartele prate. Mar do heit him der min of mear  
de gek om oanstiek, seach er fen sin plan ou, en hy tochte: as  
Bartele foar my is of tsjin my, Maryke haldt it doch mei my.

Sape wier in de leste tiid sa'n bitsje gnorrich en stimsk. Franke  
en Maike wieren tige iens en koene wakker togearre prate, mar  
't wier krekt as heit in sin eigen huis net thuis wier. As se mei  
hiar tryen in 'e huis wieren of as der jûns praters wieren, de  
alde koe mar wit ho lang in 'e hirdshoeke sitte, sonder in wird  
to sidsen. Liuwe kastlein hie him sa foar en nei al gans jild  
ouhelle, en inkelde goefriûnen seyen wol ris tsjin Sape, hia koene  
hiar net bigripe ho 't er sa gek wier; dy kerel wier doch by  
nimmen in 't bitrou, en 't ny skip wier yet net ienris onder hinnen  
mei meitsen. Dat brocht Sape al hwet in omtinken. Liuwe hie  
kortlin wer by him west om sin need to kleyen. Alle liu dy  
hwet fen him ha moasten kamen opsetten, sei er, en twongen  
mar hird oan om hiarres to habben. Hy koe net oars bigripe  
as Fink stokele alle mensken tsjin him op om him mar in de  
onderwal to helpen; den kaem er fen sels gjin ny skip. — »En  
doch mat er in ny skip komme," hie Sape do sein, en hie mar  
wer jild jown. Maryke hie tsjin him sein: »As jy den doch in  
ny skip hier in 'e feart ha wolle, lit den sels ien meitse, en

forhier it oan in fiks arbeidsman. Hwerom sa diep in to silen mei dy snaek fen in Liuwe kastlein?" Derop hie Sape sein : »Dy man het in swier hûsgesin, derom allenne mat men him de han boppe de hölle halde, al is hy oars just sa'n besten net." Hy fiede sels wol dat er him to fier mei Liuwe injown hie, mar dat woed er net bikenne.

Franke gîng mei hiar eigen stikkene slide nei Klaes timmerman om him meitse to litten ; mar Klaes sei : Ken 't net ont moarn ta wachtsje? Ik ha 't sa biustere drok mei reedslipjen en reedshoutmeitsen, dat ik wit my hast gjin rie." — »Nou," sei Franke, »den mat min barnhout-heljen hioed mar oergean." Dat er ek yet wol oars as by Bartele in slide to kryen wier, der skinde er net om to tinken.

De oare moarns hie Bartele bytiid de sliep ût en hy wier al foar thêdrinken in 't bûthûs, dat oars in de korte winterdagen mar selde barde. Wils 't er der hwet ompeusele tocht er sa : »Ik hab de helte fen dat pûdsjefol krûden al forbarnd en ik hab dat kouehier der in dy beam triuwn, krekt sa 't dat aldwiif 't my oan 'e hân jowch, mar der komt yet net gau ien opdaegjen om hwet fen my to lienen. Dat hied er pas tocht, of Franke, dy de alde sa bytiid net op 'e proppen forwachte, kaem ta de bûtdoor in en sei : »Goë moarn! — Ik scoe ris freegje, as 'k hioed jou slide hwet to lien ha mochte."

»Ei kom!" sei Bartele, »woest dou min slide wol to lien ha?"

»Ja," sei Franke, »goede burliu matte elkoar ommers mei sök ding hwet geriifje, oars net?"

»Dat scil sa wol wêse; mar der likje jimme in gans in poas net om tocht to habben."

»Men mat ienkear ris wer in bigjin meitse," sei Franke, al in bitsje ût it field slein.

»Nou, den ken ik dy sidse, dat it bigjin en 't ein tichte by elkoar is." — Do gîng er flak foar Franke stean en forhelle him hwet de dochter fen de ald soldaet sein hie.

Franke lake der om en sei: »Nou, dat treft den a wonderlik."

„Jawol wonderlik ! en ik siuch der de warschouende finger Gods in, derom scil 'k it net in 'e win slaen. Hwa my 't ongemak onder min bisten tastiûrd het, der scil 'k fen swye ; mar gean dou in ienen ta min doar ut, en kom nea wer onder min dak, hearste my!"

»Heit, brûk nou hwet forstan," sei Maryke, dy net fier ou wier, mar Bartele hearde dat nauerneed, hy onderhelle de biesem foar Franke. Doue pakte him de bieseem ut 'e hannen en sei tsjin Franke : »Wes de wiiste mar as'k dy riede mei, oars komt er in hiel opskoer en dat is nearne goed for."

Franke folge dy rie ; mar hy wier poer. In 't neihûsgean tocht er : Nou moast ik strak ris nei dominy gean, en fortel it him dat sin uitstekkendste fromste gemeintleden hiar oerjowe aan »superstitie ofte bygeloove," dat in de katachismus ommers rekkenre wirdt onder de »afgoderye." — Mar dat wier him, by neyer insjen ek to dom; it iene blin gelove mei 't oare to fordriuwen , dat scoe doch net wolle tocht him.

Do er thûs ta de doar in kaem hearde er Liuwe kastleins Rinske mei Sape praten. Hia wier him foarby gien, do hy nei Bartelles ging; do hied er him al forbielder dat se skriemde en nou hearde er oan hiar toan fen praten wol dat er hwet oan skeelde. Hy ging in 't milhûs , der Sape by 't barnend fiûr siet, mar by de doar wier 't yet sa tsiuster, dat Rinske Franke net inkomen seach.

»Ja Sape," sei se. »al it jild dat wy in 'e hûs hiene het er meinomd, ta in stûr ta. Mei de hirdridery hiene wy wol aerlich hwet inbard , dat lai klear for de keapman, dy us de drank derforstiûrd het, en dy scoe freed sin jild ha, wier 't onthiet. Och it is sa binaud ! Us mem is sa skien forlegen, hia wit net hwet se oanfange scil. Ik sei, ik mat mar ris nei Sape en freegje dy om rie."

Sape sei min of mear tor : »Dou meist wol nei immen gean dy better rie wit as ik. Forline wike het dy skobbert yet jild fen my helle, der scoed er skilden my oubitelje; dat scil er net dien ha, tink ik."

»Né, der hoeve jy neat fen to leauen, dat jild het er grif mei-

nomd. Och it is sa freeslik, dat in heit sin wiif en bern sa mar oan 't lot oerlitte ken. It is om er in to forslaen."

»Den mocht ik er toninsten wol in forslaen," sei Sape. »ik forlies mear by dy ondogense kerel as dou."

»Jy mear as ik?" sei Rinske. »De eare en de goede namme is dat den neat?"

»Hark ris Rinske, de heele saek giet dy eigentlik neat oan. Foarearst is 't din heit net; din jild sit in goede feilige hinnen en der habbe de skildeaskers neat oan to kedisen. Dou bist bûten alles."

Dat koe Rinske net op; 't wier krekt as se in ienen in hiel ein greater waerd, en hia sei: »Sa tink ik er net oer, Sape. Min eigen mem en min healbroerren en sisters benne my neyer as poer freamd, scoe 'k tinke. Dit is to minsten min bislût: saleng as ik hwet hab scille hia ek hwet ha, al scil 'k den op 't lest ek by in oar tsienje for faem."

»Ja mar dat hoeft net, dou mast din kaptael hiel halde, en den hoeft net to tsienjen."

»As mem mei de bern in 't lyen rekket, mat ik hiar helpe."

»Dou bist nou hwet fen 'e wise, Rinske; dou mast er tonci mar ris better oer neitinke. Ik ben mines kwît sa wiis ben'k al."

Rinske ging er út en Franke tochte: »t Is doch net wier hwet de liu faek sidse; dat er gjin goede mensken mear to finen benne."

It ging al gau as diggelfiûr trôch de bûrren, dat Liuwe kastlein er op ougien wier, en, hwer de measte liu hiar tige oer formakken, dat er de frymitseler for in fikse somme in de nekke skopt hie. Sape hie dat dalik wol forwachte, hy hie 't him al foarsteld ho 't Egge Blomterp en Fink in hiar fûst him ûtlaitse scoene, en hy hie him al sterk makke om der neat om to jaen. Mar hy hied er doch mear onder to dwaen as er sels tocht. Tofoaren wier er der great op dat hy hwet weagje doarst der 'n oar sa bang fen wier as fiûr, en den sei er altiid: »In ny fearskip scil der komme, as Liuwe jild ha mat, het er mar oan

to klopjen." — Mar nou koe 't gjin sprekken mear lye; 't ny skip wier net komd en 't jild wier nei de moanne, hwent fen de kastleinske wier neat to heljen. Nou wier 't Sape lang net allike fölle hwet Jan en Klaes en Trîn en Griet fen him seyen, né, it hindere him as er sa ris to hearren kaem: »De frymitseler het him snyd in sin eigen knift."

Der wier yet ien in Jinsenbûrren dy oer de flecht fen Liuwe kastlein yet fölle mear höilebrekken hie as Sape. Dat wier Bartele Doue. Hy wier net út de freamde werom komd oan sin libbenlang by heit in 't plak fen boeresynt to stean. Net sa sonders om alte Bartele sin fette boeretafel, mar fölle mear om Rinske de kastleinsdochter wier hy wer in Jinsenbûrren komd. Sin tinkelbield hie west om tröch goed oppassen wer by heit in 'e ginst to kommen, den hier of der in goed plak to siikjen en mei Rinske, dy to Jinsenbûrren net sa hiel tölle in tel wier, in eigen hûshalding to biginnen, en den himsels it libben sa nochlik to meitsen as er mar koe. Hia hiene as bern mei'n oar boarte en do se in eintsje hinne kamen al plannen for de takomst makke. Sa 't hia do wier stie se in de freamde altiid yet for sin forbiel ding; mar do hy werom kaem wier Rinske faem wirden en stie as faem op hiar stik. Hia liet hiar net mear as in bern liede, dat foarnaem er gau, en 't wier krekt as se him net riucht stie. Likwol hope er dat dat better werde scoe as hia him mar goed kennen learde en bigriep.

Do de kastelein derop ou gien wier hie Doue hope dat Rinske for him wol hwet brûksumer werde scoe. Alde Bartele, dy Sape fen herten alle skea gunde, formakke him oer de flecht fen Liuwe net minder as sîn soan, dy him foarstelde dat Rinske en hiar mem him, de rike boeresoan, mei beide bannen tagelik oanhelje scoene, as hy oanbea om mei Rinske de herberge op to halden. As hy hiar sa út de forlegenheid holp, den tocht him, moasten se bliid wêse dat se mar fen Liuwe ontslein wie ren. Rinske hie him al safolle ten hiar stiefaer forhelle, dat er in tige hekel aan de kerel krike hie, en hy koe 't him hast net

bigripe ho 't dy twa frouliu sa gûle en skrieme koene om sa'n stionkert, dy hiar sa gemien bihannele hie.

Op in sjiûntojûn, do Doue fornaem, dat er gjin folk in de herberge wier, ging hy der in en hy fûn Rinske allenne in de jachtweide. Hia wier al gau wer oan 'e gong oer 't jinge hiar heechst lai, en klage wakker oer de skande dy omke hiar mem oandien hie. »Us mem," sei se op 't lest, »is in in fatsoenlike hûshalding opbrocht, en nou mat se hiar altiid skamje as der praten wirdt oer de heit fen hiar bern. Hia is tûsenkearslimmer bidragen as al de oaren. Ester hiar het se de beste tiid fen hiar libben, dy sonder wille hinneslein is, en foar hiar siucht se neat as skande, lyen en ellende." "

Doue sei: »Hwet foarby is, is foarby, dat scil by de mensken wol gau in 't forjittersboek reitse. De herberge is dines, der kenne jijme in bliuwe, en in kastlein ken der ek wol wer inkomme, ast dou him mar in plak oan din side ginste. Ik hab it by min heit in 'e hûs tige goed, mar 't scoe my doch lôk-kich meitse, ast dou my seiste dat ik by dy komme ken om by dy to bliuwen for altiid, om mar rûnût to sidsen: ast dou mei my troue wotte."

Der waerd Rinske siker kjel fen. Hia halde hiar in poaske stil en do sei se: »Us omstannicheden lidse my yet sa swier op 'e lea, dat ik nauernced aan de takomst tinke ken."

»Der maste doch om tinke, om ontlestge to worden fen 't pak dat dy op 'e lea leit."

»Nou," sei Rinske, »dou dochst mear as ik fen dy forwachte hie. Der scille net folle boeresoanen wêse dy sa'n earm sloof as ik ben ha wolle."

»Earm sloof?" sei Doue. »Ho swier as din kaptael is, der wit ik neat fen; mar al hiest gjin cent in 'e wrald, den scoe 'k dy yette ha wolle, hwent dou bist min sin en wille."

»Nou de saek is wichtich; ik scil der mei min folk oer prate."

»Sids my lieaver hwetst *dou* wotte."

»Hwet *ik* wol? — My komt de hele saek foar as in hannel, en ik hab neat gjin forstan fen negosie. Nou, ik scil der oer tinke en dy mei gauens it ien of 't oar sidse."

»Den scitte »ja" sidse, hoopje 'k."

»It koe sa al ris bislaen. Den koe 'k oan al ûs ellende in ein meitse. Wis scoed er gjin ien skildeasker blîder wêse as wy sels, as wy se allegearre tofreden stelle koene."

Do fielde Doue hwer hia hinne woe. Hy scoe sin jild opofferje en sîn libben lang skreppe en by'n oar halde, en noeden en sorgen ha, om Liuwe kastlein sîn skilden to biteljen. Dat waerd him doch hwet to slim. »Ei!" sei er en hy woe mear sidse, mar hy bitocht him en halde 'm stil. »Nou, wy matte er den tonei yet mar ris oer prate." Mei dy wîrden gîng er foart.

Dus Rinske rekkene ek al. Mar hwet hie dat fanke in freamdi bigrip. Nimmen scoe ommers fen him en sîn folk fergje om Liuwe sîn alte nesten út 'e wei to meitsen. En as dy kerel sîn skilden bitelle waerden, hwet hie Rinske dersen? »Ik bigrip dat fanke net mear," sei Doue en sa wier 't krekt.

Rinske lai de saek mei hiar mem oer en do se alles goed oeren wer oerwûgen hiene, kamen se ta 't bislût om Doue sîn foarstel mar fen 'e han to wisen. Mar hy kaem in de earste wike mannich net wer in 'e herberge, — en Rinske net op 'e jûnbaen. Hia stelde fierder hiar mem foar om in tsienst to siikjen, hwent mem koe mei de bern de herberge wol ophalde. Dat wier mem to mal, hia sei: »Den is 't better dat Griet (Rinske hiar aldste healsister) der út komt; mar Rinske sei: »Né, dat fanke ken yet net noch fortsienje om hiar sels to redder, of hia scoe in swier plak ha matte; en ik ken in plak siikje nei min sin; omdat ik it measte net hoeft to fortsienjen." Hia bigûn nei in plak om to sjen, mar 't slagge hiar dalik net, hwent de liu fûnen 't raer, dat Rinske tsienje woe. Op 'e bisiten biredeneарren de frouliu, dat se lieaver in earm faem hiene as ien mei kaptael; sa'n ien doarsten se, as 't er op oar kaem, lang sa goed net oantaeste en trôch do moster

fiterje as in arbeidersbern. 't Wier oars al binaud, waerd er sein, dat sa'n fiks jongfaem it nou bilye scoe, dat Liuwe de hoel in de onderwal holpen hie. Mar de kastleinske wier ek net sonder skild, sei in oar wer. Witse, hiar earste man, wier in goede kerel, mar eigentlik net ful. Hia woe him folgens hiar sin ek net hawn ha, hwent do se faem wier seach se biustere heech, mar hia naem him op 't lest om 't se gjin oaren krye koe, en om 't de alden der tige foar wieren. Do hy dea wier, koe men 't al gau fen fierren oan hiar sjen, dat se wol graech wer in man ha woe. De earste healslachtige stedman, mei 'n lekkense jas en in wit oorhimd, dy hiar oansocht, wier wolkoen, al wist se nauerneed ut hwet hoeke fen de wrald dy swetshals weiwayen kaem. Mar hy, koe prate, hy paste alhiel in 'e herberge, der reisgen nou tolle mear allerhanne mensken as foarhinne, derom moast in kastlein nou hwet mear kenne as foar 'n stûr jenever taepje. Sa hie de kastleinske der oer praten en 't ourieden fen goede friûnen holp neat. Mar hia wier al raer to pal komd mei dy treamde snaek.

Rinske hie altiid fry hwet op hawn mei hiar bloedfriûnen oan hiar heite kant en by de iene of de oare derfen hope se wol in plak to finen. Mar dy bihannelen hiar yet hirder en kalder as oare liu.

Japik Setboer (sa neamden se him yet altiid nei alderwenst) kaem sin sister to forliesen. 't Wier wol bikend dat hy jild onder sin sisters hûske hie, en nou waerd er al gau forhelle dat hy mei de bern der sa wenjen bliuwe woe, as er mar in goed hûstroufaem krye koe. Do tocht Rinske dalik: Dat koe wol in goed plak for my wêse. — Op in jûn by moai liochtmoannevaer ging se der op ta; mar do se oan 't hûs ta wier bigûn 't hiar fen binnen sa nuver to wirden, dat se der net oergear komme koe om de doar iepen to dwaen. En doch wist se goed enoch dat se fen Japik net hûnsk bijegene wirde scoe. Hia wier biredt om mar wer nei hûs to gean, do krekt de doar iepen dien waerd en Japik er ut kaem.

»Heden Rinske, bist dou hier?«

»Ja, ik hie eigentlik in boadskip oan jo, Japik; mar 'k woe earst ris fornemme as er ek folk ïn 'e hûs wier." "

»Nou fanke, der is net ien, kom dou mar ïn 'e hûs." "

Rinske die dat, en do se elk oan in kant fen 'e tafel for elkoar sieten, sei Japik : »Nou hwet hiest my to sidsen?" "

»Nou, ik hie heard jy woene wol in faem ha. Jy witte ho 't wy der ta sitte en nou tinkt my ken 'k nem en hiar net better foarùt helpe as dat ik er mar út gean to tjienjen." "

»En den woest dou nou by my wenje for faem?" "

»Ja, sa soe 'k wol wolle." "

»Dou my tsienje as faem Rinske? Dat liket my doch net goed ta." "

»Hwerom net, Japik?" "

»Ik din baes wêse en dou min tsienstfaem? né dat ken net, Ien ding scoe my tominsten hinderje: dat Bartele Doue hier om dy kaem." "

»As Doue hier komt stiet it dy fry om him de doar út to stiuren; ik hab mei him neat út to stean." "

»Is dat siker wier, Rinske?" "

»Ja, dat is siker wier." "

Japik halde him elkes stil en do sei er: »Nou, hwerom scoest den by my wenje for faem, Rinske? Hest er gjin sin oan om min wiif to wirden?

De faem waerd sa read as bloed. — »Ik hie net tocht dat jy my nou in ienen mei gekheid oankomme scoene?" "

»Mei gekheid? Né Rinske! it is my tige by tige mienen. Om min sister net forlegen to litten hab ik lang wachte mei trouen; mar dou bist er yette en dat is my genoch. 'k Hab yet nea nen faem fûn dy my sa sinnige lik as dou. Tröch 't wachtsjen ben 'k al in bitsje ald wirden, lichtwol fier to ald. Mar sids my nou din miening, ja of né." "

»Dat giet my to hird, Japik." "

»Hwerom? dou witst ommers wol host oer my tinkste." "

»Ik hab neat op dy tsjin." "

»Nou , sids it den ek mar : wotte, ja of né ?"

»Ja, ik wol wol."

»Moai sa!" sei Japik , nou kry 'k doch min sin , al ha 'k hwet lang wachte."

Rinske tocht wer oer hiar memme omstannichheden ; mar 't kaem doch net in hiar op om Japik sökke bitingsten foar to halden lik as Bartele Doue. Japik wier immen der men op oan koe , dy scoe ut himsels wol knap hannelje.

In poaske der nei makke Japik oan sin goede kinders bikend dat er foarnimmens wier to trouen, en sa kaem er ek by Sapes — mar Sape wier op dat stuit net thuis. Do sei er tsjin Franke : »Sids tsjin jimme heit , dat de kastleinske neat oubitelje ken sen 't jinge se him skildich is, en ik ken ek gjin jild skikke: mar as de skildeaskers hiar dragende halde wolle , den scil der for de rente goed sorge wirde , dat nim ik ek mei op my."

Do Franke dat sin heit meideelde , sei de alte : »Onthietten is maklik as men troue scil ; as men altiid aan dy onthietten scil foldwaen kenne : dat is in oare frage."

»Ik leau, jy bitroue ek gijn menske mear , " sei Franke en roan mismoedich ta 't milhüs ut. It wier him onbigriplik dat de man dy sels in earm faem troul hie en it doch sa fier in 'e wrald brocht hie, sa onbitrousum niunken oaren wirde kend hie. Franke seach in sin heit yet altiid de man , dy allenne ut lieafde troud wier, en allenne in de striid for hwet him 't heilichst wier , sa bitter en menskehaetsjend werden wier. Franke scoe nea leaud ha, dat it sa koe as er 't sels dageliks net onderfün hie. Soms tocht er wol : Ik ken 't hier wrichtich op in dür net uthalte ; hy scoe by tiden wol graech de wide wrald ingien ha, mar 't hie him yet onmogeliker west om bûten mem en Maryke to libjen — as dy twa mensken mei to nimmen in de freamdte.

Franke halde in boel fen Maryke , mar net allenne fen hiar, ek onder de dorpsliu wieren in boel der er fen halde ; ho mear er him mei de mensken injowch, ho mear er mei hiar op krike en 't wier him krekt as er alle goede punten , dy er fen tiid

ta tiid by de Jinsenbürsters opmirk, in Maryke allenne forienige fûn.

Maryke hie him forhelle, ho 't hiar heit er mei in 't skik wier, dat de foarspelling fen dat omrenderswiif trôch Franke bifestige wier, en dat de alde dat for in biskikking fen heger han halde; dertrôch wier hiar fryery eagenskinlik in tak tobek rekke; mar hia hope dat it ienkear toriuchte komme scoe, as hia elkoar mar trou bleauen, en der scoe 't oan hiar kant net oan stean. Do fieldie Franke him sa lökkich as er yet nea west lie. In 't greate moaye hûs sen sîn heit likwol fieldie er him nea net riucht rom om 't hert.

Bartele seach it mei hertsear dat Japik en Rinske troue scoene. Hy woe sa graech dat er ris in flinke boeresoan, in oaren as Franke oan sîn dochter bigûn to tornen. Hy hie hiar op selskippen gean littien, dy er oars net goed karde; dat gefiter by 't winter op 't iis, en sa 'n birdriderspriet in de herberge, der wier er oars tsjin: mar — as in jongfaem nearne by komt is se ek neat in tel. Hy hope dat de Heare him dy sonde forjaen mochte. Mar 't fanke halde hiar altiid mar oan Franke, dy ald frymitseler hie hiar alhiel nei sîn han woan, sa 't like. As 't al net wier wie, dat dy satantsiennen sîn ky bitsioend hie — dat woe Bartele eigenlik net goed oan — in ongelöksfûgel wier 't doch, hwerfor de Heare him grif warskoud hie trôch dy ald dokteresse.

Doue halde him krekt as er onder de trouery fen Japik en Rinske neat to dwaen hie, mar it bigreate him derom wol dat er 't fanke neisjen moast, hwent hy tochte: As ik sa goed op frye foeten stie as dy Japik, den hie 'k hiar ek wol krike; mar ik in min plak koe doch net op my nimme ons Liuwe kastelein sîn skilden to biteljen.

Ta sîn eare mat likwol sein wirde, dat er nea nen spitige reden oer it jong pear utere. Mar hy hie eigentlik ek gjin ien friûn, der er him ris skien tsjin ûtprate koe; alles hwet him knelde moast er by him sels forkropje.

## XII. In jier letter.

It wier in jier letter en wer hearst warden. De jünsbyien-komsten by Sapes rekken wer aan 'e gong en it tal fen de liudy der diel oan namen waerd geandewei greater. Franke bigün klear in to sjen dat er ût sîn dorpsliu hiel wol hwet goeds waechse koe, as 't er mar goed op wierre en as se mar mei 't riuchte oerlids bîhannale waerden. Hy moast him taek forwonderje, dat dy mensken, hweroan sîn heit en foarhinne ek hy sels gjin hier goeds fine koe, in sa 'n korten tiid safölle oars en better nei sîn sîn warden wieren. Hy wier likwol sa biskieden dat er dit fölle minder taskreau oan him sels as oan de romme keamer der se sa goed, sa fry en sa nochlik by 'n oar sitte koene to praten.

Franke hie in de forroane simmer de riuchte wille net hawn. Hy koe Maryke oars net to reden komme as sa ris by hea en by gers. Dat goede fanke hie net fölle tier, hwent hia hie in hopen lyen mei hiar heit, omdat hiar runût en stiiffest tsjin him steande halde dat se net fen Franke ousjen woe. Derom wier de alde sa lilk en dwars tsjin hiar as in baerch, en tsjin Franke sîn friünen jage er dominy en near oare liu in 't harnas safölle as er koe. Thüs koene Sape en Maike geandewei minder mei elkoar oer wei, en elk fen hiar beiden socht Franke op 'e han to kryen. Dertröch hied er sofölle onnochlike tinkbielden in 'e hölle, dat er him fölle minder om alde Bartele bekroadde as er oars wol dwaen scillen hie. Soms tocht er by him sels : Maryke en ik wy benne ongelöksbern, wy benne fest net op 'e riuchte tiid en op 't riuchte plak to wrald komd. Al niunkelitsen bigün er him hwet to wennen oan de dingen dy net to foroarjen, of alteas net to forbetterjen wieren. Mar hy wier bliid do de tiid fen de lange jûnen der wer wier; do krike er wer praters by him oan hûs, en dat forwidere sîn swiersettige tinkbielden hwet.

De bijierre liu in 't dorp hiene altiid tocht, Franke scoed mei de tiid wol wer ût 'e mode reitse; sökke dingen wieren tröch

in tiid sa, as de hiette hei der hwet ou wier bigûnen se wer to sakjen en op 't lest gingen se út as in eintje kears.

Mar de measte liu, dy hiar kommen by Franke hiene, wieren goeds dy der net likme allenne kamen om mar ris in útflechtsje to habben of in sliuchtwel jünpraetsje to halden. Né, hia hiene nocht aan Franke sîn redenasies en hia kriegen sa ongemirken hiel oare tinkbielden in 'e hölle as dominy hiar inprinte hie. Moasten se der tröch in dei wol ris skimpskoaten en ek wol ris hirde worden oer hearre, der jowgen se net fölle om. It kaem gau sa fier hinne, dat de fromme liu alle ondogensheden, dy er in Jinsenbûrren krekt as in alle oare dorpen nou en den pleats hiene, op Franke sîn rekken setten. Hy wier, nei hiar miening, de man dy de lichtsinnigens foartsterke, hy makke de mensken sa dat se hiar neat mear steurden aan God of sîn gebod, derom moast de godloasens fen sels tanimme. Mei dat al barden der lang safölle ondogensheden net as fen to loaren, do dat soarte fen folk, dat net alhiel nei dominys pîpen donsje woe, sîn eigen gong faek allerhanne kattekwea útset, en ek wol ris hwet slimmer as kattekwea.

Jan skearder droech dominy alles trou oan hwet er fen 't »srymitselsselskip« to witten komme koe en den foege er der faek by: »Ja, men heart tsjinwirdich fen rare dingen, men scoe hast tinke dat wy in 't leste der dagen komme, dy de *waerheid* ús foarspelt. En as men der soins fen heart hwet in oare dorpen bart, den is 't hier yet heilich. Wy habbe gelökkich yet in herder dy Gods wird riucht snydt.«

Meastal glimke dominy der ris om en sei er neat op; mar ienkear frege er: »Hwet bart er den in oare dorpen, slimmer as hier?«

»In oare dorpen? Ja, der docht elk mar krekt sa 't er wol; hier bliuwe se yet hwet binnen de peallen; hier is yet frede en ienichheid.«

»In moaye frede!« sei dominy. »In frede lik as twisken in dief en in inbrekker mei de man dy 't stellen goed berget.

Wy aslearers wolle sen sa 'n frede des bosen lieaver neat witte. Goeds dy hiar in alle godloasens te bûten geane, scille yet earder ta 'n inkear komme as goeds dy hiar, sa lik as hier bart, mei moaiklinkende drochreden in 'e sliep widsje litte. It stiet hier fölle slimmer as in oare dorpen."

»Nou, dominy," sei Jan, »'t is al wier lik as jy sidse: it stiet hier slim."

It selskip by Sapes woan stadich aan; derom stelde Japik Setboer foar, om foartoan hiar byienkomsten to halden in de herberge, en dat fûnen se allegearre goed. Liu dy fûl op 't spil wieren seyen fen sels, dat Japik dit die om sin skoanmem hwet ta to skikken; mar hia wisten net ho 't hy der oer praten hie. Hy hie sein, by Sapes waerd de keamer to lits en hy wiste dat er goeds wieren dy der net lieaft hinne woene, omdat de frymitseler op sa'n forkeard wird lai. Hy noadge derom de friûnen út om in de herberge to kommen; for fiür en liocht scoe hy sorgje, en dy neat fortarre woe koe 't litte, der wier elk suver fry yn." — Sa praepte Japik en nimmen hie der hwet op tsjin.

Do dat selskip in de herberge halden waerd kaem Bartele Doue der ek elke kear by, en den hiel er altiid sin plak op 't ein fen de keamer, in 't hoekje by de tapkast. Wier dat om to mûk in slok mear to drinken? Né, mar der by de tapkast wier ek Griet hiar plak; as der gjin drokte mei bitsienjen wier siet se der op in stoel, en den praepte Doue hwet mei hiar. Dat foldie him better as de lange winterjûnen by heit in 'e hoeke tröch to bringen. Mar dat wier yet net faek bard, do kaem Hans Fetses op in tiid by Bartele glûpen en sei: »Witte jy wol, dat Doue al in kear of hwet in 't frymitselers selskip west het? Ik tochte jy scoene 't net witte en 't ek net ha wolle, derom woe 'k it jo efkes sidse." — Hans tochte, dat Bartele him tankber wêse scoe for dy meideling, mar dat foel him neat mei. Bartele tochte: hwet het dy sneak him mei min hûshalding to bimoeyen? Nou scil er ris sjen ho 't ik my hald as ik dit nys fen him hear, en den der mei by de bûrren lans renne en my

útlaitse. Wier Bartele der op in oare menear ester komd dat Doue nei dat selskip roan, ja, den scoe 't er raer bystien ha. Mar Hans Fetses waerd ongemakkelik ouringe : »Bimoei dou dy mar mei din eigen saken; din bern benne ek lang net sa 't se hearre; dou hoefst my min jonge sin forkearde gongen net om 'e noas to wriuwen."

»Och heden!» sei Hans, »dat it by my net giet sa 't heart dat wit ik wol, mar der ha'k lest genoch fen. Min jonges fortsienje goed jild, mar bia stelle er gjin goed wise op. En den wirde se faek opstokele tsjin my en min fammensbern, en den jowt it faek in hopen tsierdery in 'e hûs om 't habben en kryen."

»Ja,» sei Bartele, »hia habbe allegearre in aerdsje fen dy. Hwa scille se ek neyer likje as hiar heit. Jimme doge allegearre net, de iene sa min as de oare. Nou fieie jimme de straffende han Gods, dy ken nimmen ontrenne."

»So! doge wy allegearre net? Hwet bûtensprongen meitse min fammen? Geane se net trou enoch nei tsjerke? Ik wit wol dat er mear in hiar omgict as flesk en bloed ien iepenbierje ken."

»Jawol! sneins in 'e tsjerke sitte to skriemen om fen de mensken sioen to wirden, en in 'e wike in oar birabje."

»Ei!» sei Hans, »witte jy dat sa krekt? Den geane jy ek al nei tsjerke mei 't selde doel as Sape, om op in oar sin halden en dragen to passen en deroer to lekskoayen. Dat moast ik dominy ris fortelle."

»Dat meist om my fry dwaen."

»By my fine de carme mensken herberge; dat striidt tominsten net mei 't bisel fen Jezus."

»Hald dy der mar gau stil fen. Dou haldst in bidlersketier, en dat scoest op sa'n bûch draye wolle? Skamje dy!"

»Ik heb ris forheljen heard, dat de divel ienkear op in nacht in aerm man helje woe; mar in de keamer layen safolle sekken en pakken fen earme mensken, dy der herberge hiene, dat de divel der net oerhinne komme koe by de man sin bed, en derom him in sin wesen litte moast."

Dat praetsje makke Bartele kûgels, hy bigún sa op to spatten dat Hans der suver kjel fen waerd en mar gau makke dat er foart kaem. Bartele fleach mei de malle kop in 'e hûs en do er Doue fûn sei er: »Is 't wier, datst dou bûten min witten in 'e herberge komste by 't frymitselersselskip?»

Dat wier in frage op libben en dead. Doue tochte: nou is de alde der efter komd dat ik my mei Griet bimoei. Hy wist ho likk heit wier do er eagen op Rinske smiet, derom tocht er: as 'k him de wierheid sids den is der gjin rie ta. Mar lige woed er ek net. Hwet hied er aan dy tiid ta mei al sin skrippen en dildsjen en fordragen bihelle? Neat! suver neat as dageliks brea. Fölle slimmer as 't nou wier koe 't ek al net gau komme. Hy sei manmoedich; »Ja dat is wier! Ik gean der hinne en 'k scil der hinne gean sa fack as 't my goedtinkt.»

Sa'n tael hie Bartele net forwachte. Hy sei: »Ik tochte dat ik reden hie om út 'e ban to biten, mar dou net.»

Der wist Doue hwer net hwet er sidse scoe. Sin moed bisakke in ienen en hy sei: »Heit gint my ek sa selden in útflechtsje.»

»Der witst dou neat fen,» snaude de alde 'm ta; »dou fregest my net. Is it gjin skoaf en skande dat freamde snaken ien söks oandrage matte? Ik dy gjin útflechtsje ginne? Ja, ik hab ek jong west en ik wit wol dat men 't den altiid net thûs hirdeken; mar to mûk ben ik er nea net útknipt. Dat doarst ik lang net dwaen, — en dou dochst it my ek net mear, — gjin ien kear.»

Doue steurde him der net fölle aan. It moeide him fen esteren, dat er ek in ienen mar net sein hie, dat er wol sin oan Griet hie. Tonei scoed er der licht net sa goed oer bigjinne doare, howol er nou hwet better sin miening sidse doarst as er wol plichte. In 't frymitselersselskip doarst er ek mar fiks de bal útsmite, as er den ien wier dy him tsjinspriek den hied er sin sin, den hied er der nocht oan om him net licht oer de staech sette to litten. Mar mei gjin ien woed er lieaver hassebasje as

mei Griet. Dat fanke wier ek net op 'e mûle fallen do 't tiid  
wier om 't praten to learen: en der mocht Doue hiar lieaver om lye.

De tidingen dy dominy fen 't frymitselersselskip krike bigûnen  
him niunkelitsen ongerest to meitsen , hwent it bigûn der hast  
nei to likjen. dat alle Jinsenbûrsters, soaral fen de jonger ein ,  
mei de tiid frytinkers wirde scoene. Hy tochte: Dat ken 'k  
eigentlik sa net stil renne litte , den waechse se my bôppe de  
hölle , dy wiisnoasen. Ik hab wol ris sidsen heard, dat dominy  
fen Wirdum soms op sneintojûn in 'e herberge giet, en as der  
slokjedrinkers sitte den forsiket er hiar om nei hûs to gean en  
den doar gjin ien sitten bliuwe. Ik moast ek al ris op sa'n menear  
bisiikje hofölle ontsach ik yet onder min folk hab. De frymit-  
seler en sin soan benne fensels in 'e wol ferwe, mar dy oaren  
oars net.

Op in jûn, do er tinke koe dat it selskip wer foltallich wier,  
ging er ta de esterdoar fen de herberge in en kaem by de kast-  
leinske en hiar bern in 't keamerke , dat ester de jachtweide  
wier. Hy sei : »Ik moast hier ris efkes sjen." De kastleinske  
wier al heal fen hiar saken, hia jowch him in stoel en hy ging  
by de doar sitten, der er 't folk in 'e jachtweide allike goed praten  
hearre koe as dat er der by wier. Eearst praeten se allegearre  
trôch elkoar, mar do dat efkes dûrre hie ging Franke opstean  
en sei : »Ik forsiikje efkes stilte; ik scil in foege oanspraak halde,  
in preek scil 'k it mar neame, mar dy scil net sa hiel lang wêse,  
en as ik dien hab noadsje 'k elk út oni sin mieming der oer  
to sidsen, den ha wy stoffe ta praten."

Franke halde in oanspraak, sa'n soarte fen in nuts-preek oer  
forlioichting en foarûtgong. Der kamen neat gjin treamdichheden  
in foar, mar doch by de bult dat net in dominy sin smaek foel;  
Do 't út wier makke elk him klear om der hwet fen to sidsen,  
mar — der ging de keamerdoar op en dominy stie aan 't ein  
fen de tafel. Hy sei : »Ik miende dat ik hier allenne as dominy  
to Jinsenbûrren stie, mar dat fornime ik nou oars." — Elk waerd  
kjel, en der wieren goeds mei höllen sa read as bloed ; dy

doarsten de eagen net opslaen. »Dy biskamje hiar al," tocht dominy »dy scil 'k wol krye."

»De sprekker fen sa just," sa bigün er wer, »het elk útnoadge om sín miening to sidsen oer 't jinge hy foarbringe seeé, en om 't jimme algearre swye scil ik dat nou mar ris earst dwaen. Ik hab jimme den to sidsen, dat as jimme dy wei fen forlioichting en foarútgong opgeane, dy jimme hier oanwiisd wirdt, den gean jimme riucht op jimmeforderf oan. It benne allegearre moai-klinkende worden, mar 't benne holle worden, dy jimme hier hearre. As jimme by 'n oar in de waerme kagchelkeamer sitte to smoken en to priuwen, den is 't der wol oer to praten, den ken elk sín wijsheid ris útkreamje. En den wirde jimme sa wiis dat jimme neat mear witte wolle fen de man, dy hier fen de Heare oansteld is om to sorgjen for 't heil fen jimme sielen. Mar o wé! as der slimme tiden komme, as der lyen en tsjinspoed, ja as der need en dead komt, den scille jimme by sa'n foarútgong gjin treast fine. As 't de Heare ris bihage om jimme op 't siikbed to smiten, dat jimme de dead foar eagen kamen to sjen, den scoe 't mei al jimme forlioichting in jimme siele sa tsiuster wése as de nacht. En den scil hy der yet gelökkich oan ta wése, dy yet net to forstokt is om den út to ruppen: »Heare help ús wy forgean!" For föllen fen jimme hab ik de hope dat se 't gewisse yet net mei in barniser taskroeid habbe, en sökken röp ik in disse ûre ta: Kear werom! kear werom, kear werom fen de dwaelwei, ear 't it for twich to let is. Ik wol jimme sa graech biwarje, lik as in hin hiar píkjies biwarret onder de wiukken, as der in roaßfügel in de neibyheid is. Lit my 't fortriet net bilibje, dat ik der byfoegje mat: »Jimme ha net wold!"

Dominy swige en do wier 't sa stil dat elk sín eigen horlosietikjen hearre koe. De iene seach op 'e oare, mar Franke sei tsjin dominy: »Mar fierder! nimmen het it wird frege."

»Mar fierder? Hest dou yet net noch heard? Nou, dat is gjin wonder by sökke frysinnige liu; mear to forwonderjen is 't, datst dou hier sa'n oanhang krige heste."

Derop naem Japik it wird en sei : »Dominy, ik ken jo sidse dat nimmen hier in 't bysonder in oanhang het. Wy hingje alle-gearre aan elkoar; gjin ien is de earste en gjin ien de leste, mar elk is in 'e middlen.”

»Dat scil to bisjen stean,” sei dominy. Derop spriek er Jelle skoemaker aan dy neist by him siet : »Baes Jelle! benne jy ek al net mear to freden mei de leare dy ik forkondige ?”

Dat kaem baes onforwachts oer. »Ikke dominy,” stammere de man, »ikke, ja dominy, ja dominy, ik ha neat op jo tsjin, ik, — ik ben hier mar ris hinne gien — út nysgiergens.”

»Der ha wy 't al !” sei dominy, »As ik sa de iene om de oare der út naem scoe 't selskip gau lits wirde.”

»As se hiar der allegearre sa mar út nimme lieten!” sei Franke.

»Ik praet net tsjin dy ; ik ben hier komd om disse mensken. Ik ben hier as wachter in disse gemeinte oansteld en 't is min plicht om min folk to warskouen for dieven en rovers. Min lieave mensken ! tröch hwa litte jimme doch jimme sa weislepe ? Oan de fruchten scille jimme se kenne, seit de skrift. It benne wraldsge-sinde greatsprekkers; dy in menske ta 'n dier meitse, omdat se neat godliks mear in hiar sels fiele ; forwaende greate jonges , dy net allenne hiar mammon mar ek allerhanne freamde inbieldingen erf'd habbe fen hiar heit, dy gjin ien goed ken. Dat benne de oerman-nen fen disse armee , dy oaren benne domme skiep, dy fen hiar hoeder oudwaeld benne, en derom de earste de beste dy se oan-troffen, mar neifolgen. Lieave stumpers ! hwet benne jimme al hongerich, dat jimme mei de breakrommels fen sa'n tafel tofreden benne.”

»Jawol hongerich,” foel Franke derop in, mar dominy liet him net prate, hy sei ; »Stil dou , ellendichste onder de ellendelingen! Hier benne goeds in 't selskip dy din eigenwiis geswets net mear hearre meye. Wachtsje sa lang as hia foart benne, den hoeft nim men mear to ergerjen. Döch hwetste wotte mei 't soadsje dat foartoan din selskip yet siikje scil. Ik hab hier nou lang enoch west; dejinge dy my dalik neikomme scille winskje 'k fen herten in goede nacht!”

Hy ging er út en forskate fen 't selskip folgen him gau. Franke rop hiar nei: »Ja, gean mar hinne, den wirdt de löft hier suver."

Dy yet bleauen liken in hele poas net wer prate to doaren. Einlings sei Japik: »Dit is nou doch to slim; as wy allegearre hier bliuwe scil der ek yet wol ien riuchte kerel by wese. As ien inkelde ús in in jier sa lits makke, het it nea net fölle mei ús to bistutten west."

In oaren sei: »Men moasten dy kerel forkleye; hy het ús eare to nei west."

Mar Japik sei: »It riucht hoeft my net to helpen, ik wit wol hwa 't ik ben, en elk dy my ken wit dat ek; mei in bleate machtspreuk ben ik net to helpen."

Dat stemde Franke him mei: »Elk moast mar fry sin miening sidse," sei er.

It bigún wer hwet roeriger te worden. De iene mompele de oare sin miening ta en de foartgeande seyen: hia scoene ris sjen as se ek wer kamen, hia stelden 't just net ou, mar woene 't ek net fest onthiette.

It like der wakker op dat it hiele selskip in ienen forballe wese scoe; mar Franke fortroude er op, dat sin echte friúnen hiar in ienen sa net út elkoar jeye lieten: en dat briek him net by de hannen ou.

It gíng al gau as diggelfiür tröch de bùrren, dat dominy der in 'e herberge sa'n strafpreek halden hie. »Tjin Franke." waerd er sein, »hied er Sape oer de hikkel helle, en tröch tsjinspraak wier er jimmeroan hietter worden. Hy hie in sin iver alles sa ondogens ouskildere as 't mogelik wier, en der in spil oer útjown as in healdronken matroos. Franke likwol hie him tige fatsoenlik halden en dragen. Dat dominy mei de hietehölle himsels foarby roan wier, wist elk en ien to sidsen, en hy scoe dat sels ek wol onderfine; hwent it selskip hie 't net in 't sin om for sin geraes bakseil to lüken\*

Op de earste hyienkomste, dy er nei de kampsach mei do-

miny , halden waerd, wier it yet földer as se 't wend wieren. Der wieren wol goeds weibliuwn , dy oars fölle kamen, mar der wieren ek forskate opkomd dy der net earder west hiene. Al gau bigûnen der goeds to skimpen op dominy; mar Franke en Japik seyen: »Lit dy man nou mar reste; mei skimpskoaten en spítige reden kenne wy net biwise dat er ongelik het , en de liu dy hier net earder west habbe, scille wol lieaver oars hwet hearre wolle.”

Sa waerd er sorge dat er in goede geast in 't selskip biwarre bleau en de jûn waerd , lik as altiid , wer tröchbrocht op sa'n menear dat in hiele boel liu ten in hopen dingen in oar insjen kriegen as se oan dy tiid ta hawn hiene. Do se hast wer om neihûsgean bigûnen to tinken sei Fränke: »Ik sil hier takomme wike op disse jûn net wêse kenne, tink ik. Der scil in bysonder fornaem boereboelgoed halden wirde tichte by Harns, der is in rik aldfynt stoarn, dy in spil neilit sa lik as se der hast net mear benne. Der wol ûs heit my wol hinne ha, en ik hab der ek sin oan, omdat der ek fry hwet boeken forkocht wirde scille. En om 't ik der tichte by in goede friûn wenjen hab, en om 't ik wol ris to Harns sjen wol, sa tink ik twa of trye nachten útfenhûs to bliuwen.”

»Ik gean mei nei dat boelgoed ,” sei Bartele Doue, »en mogelijk útfenhûsje 'k ek wol in poaske.”

»Kom ,” sei Franke, »den hab ik to minsten in de hinnereis selskip.”

Griet waerd tige read om 'e hölle, do Doue dat sei ; in pear synten pleagen hiar en seyen: hia hoeftde gjin sorch to habben dat se Doue lang ût sîn nochlik hoekje misse scoe. Mar hia wisten net hwet er efter stike.

### XIII. Franke en Doue op reis.

It wier al mids Maert, mar 't like wol in 't hertsje fen de winter to wesen, sôk waer wier 't — do Franke en Doue op in moarn foar dei en dage ta Jinsenbûrren ûtstapten. Fielden en wegen layen onder de snie, de sleatten sieten fôl en sommige fearten wol heal, derby wier 't yet gans froastich, sadat de skippen net farre koene. De snie kreake ús twa fynten onder de foetten, en dat wier ek sahwet alles hwet se hearden; hwent mensken en bisten wieren bliid dat se mar in 'e kinkhoarn bliuwe koene by de skerpe Maertekeald, hwertröch net allenne de dampe tabak immen in 'e búse as kramtried waerd, mar ek iens gedachten hast liken to bifriesen. Elk dy by sôk waer sîn went en sîn dorp ût giet, wol wol graech selskip ha, ho menskekou er oars ek wêse mei, en doch is der just op sa'n dei mar selden immen op 'e wei oan to treffen. Derom wier Franke der mei in 't skik dat er Bartele Doue ta selskip hie. Wol in healûre hied er in 'e herberge op him sitten to wachtsjen en do er einlings 't bislût naem om mar allenne foart to gean, kaem Doue der krekt aan en sei: »Ik koe der hast net earder útkomme, der het in kou kealle en dy leit nou tsjin 't stalhout oan, dat liket my neat to goed ta, hia ken der wol mei hinne gean, leau 'k. It liket wol dat de middels fen dy doktersse doch net langer as in jier helpe.”

Franke sprong oerein en sei; »Jonge! den moast ik doch der yet eskes by sjen, as 't wier dat ik er hwet oan dwaen koe.”

Doue halde him tobek en sei: »O dîveker né! döch dat net.”

»Hwerom net?”

»Us heit scil doch neat fen dy witte wolle, en as er wis waerd dat wy togearre reisgje scille, den jowch 't in hele oarloch.”

»Jawol, hy wol him lieaver fen in ald tsioenster helpe litte. Nou den gean wy mar.”

Doue hinge in pakje in de doek bibûn, mei de gongelsjok er

tröch, op 't skouder en sa staptien se foart. Franke sei: »Ast dou nou net sa nymoadrich klaid wierste, den likest yet krekt op ien fen dy alderwetske boeren, dy spek en brea in 'e búse stieken as se op reis gingen.“

»Ik bilje mei de hûnen der 'k mei in 't bosk ben.“

»Ik net.“

»Ja, it is in divekers ding. It giet mei my ek lang sa licht net as mei Maryke en nea ken 'k der sa woltoemoed by wirde as hia nou en den, mar ek al geandewei seldener.“

Do hie Franke sijn selskippsman der er him ha woe. Doue wier eigentlik alhiel Franke sijn man net en hy hie grif sa lang net op him wachte as er gjin broer fen Maryke west hie. 't Wier jüst sijn doel net om Doue op 'e han to kryen of mei him plannen jo smeyen tsjin Bartele; mar hy hope nou ris tige hwet fen Maryke to hearren, en dat makke him altiid lökkich, om 't er fen hiar oars net as goeds forteld wirde koe.

»Maryke,“ sei Franke, »dy ken onder gjinderlei omstannichheden riucht ongelökkich of onfornoeghe wirde. Hia het de himel in hiar.“

»Ja, ja, hia het in bysonder gelökkich humeur,“ sei Doue. »Dat in goedlik dom skiep, der gjin hert in sit, in hiar plak gelökkich wêse koe, dat scoe my net forwonderje: mar ho 't hia it oanleit om altiid tofreden wêse to kennen, dat bigript in sluchtwi menske net. Ik mat mar sidse, ik ken mei 't tinkbield dat ik min plicht döch, yet nea net riucht rom om 't hert wêse; en ik tsienje ús heit doch fölle better as hia.“

»Better as hia?“

»Ja better. Hia seit de alte soms hiar miening sa rûnút dat ik faek — alteas in 't bigjin — der forbaesd sen stien hab. Mar hiar tsjinpraten liket heit yet better to sinnigjen as min byfal; min opmerkingen wirde minder acht slein as hiar stilswyen. Ik leau eigentlik net dat er in 'e grûn fen hiar haldt, mar hia is sa liep — as 'k sa sidse mei — dat hia him altiid wer wit in to nimmen.“

»Hwette?“ sei Franke forwondere »scoed er net fen hiar halde? Hwerom het er den sa'n noed en sorch mei hiar?“

»Dat is sijn plicht."

»Né, hy mat fen hiar halde."

»En ik sids dat er net fen hiar haldt. Hy wit hiar net to skatten, hy forstiet hiar net. Allenne om dat se 't sa mei dy op het— en der wint se nea nen doekjes om — mat er in hekel oan hiar krye. Dou scoest er greatsk op wirde ast it ris wiste ho'n great tinkbield dat fanke fen dy het, ho heech se dy skat."

Franke hie yet nea sa triûnlik en fortroulik mei Doue praten as disse kear. »Né Doue," sei er, »ik scoe net greatsk wirde, hwent ik wit al to goed dat ik yet net dy Franke ben dy hia hiar foarstelt. It bield, dat hia hiar fen my makket, dat is yet mar min foarfield; sa moast, sa winske ik to worden, den hoeſde 'k net mear to tinken dat ik hiar net wurdich wier."

»Mar it docht yen doch goed oan liif en siele as men sa earne yet heechachte wirdt. Hia, dy ûs lieaf habbe, jowe ûs moed for 't jinge hwet hia fen ûs forwachtsje."

Franke hie net tocht dat er söks fen Doue hearre scoe. Hwet woed er mei dy werden wol sidse? Wollicht him sidse dat er Doue to koelbloedich bihannele? Of woed er him op 'e han sjen to kryen. Franke koe net bigripe hwerom. Hy moast himsels biskildigje, dat er fen Doue nea net fölle goeds tocht hie, mar hy koe doch net bigripe, hwer dy fint de tale fen 't hertsprekken leard hie. Hy bleau wol ris in 'e herberge sitten as al de oaren foart gingen, mar Franke hied er yet net om tocht dat er bistek op Griet ha scoe, hwent him tochte: Barteles folchsumme soan scoe mei dy dochter fen Liuwe kastlein him yet minder inlitte as mei Rinske, dy doch in earlike heit hawn hie en in eigen kaptaeltsje bisiet. Om ris hwet op 'e hichte to kommen frege er Doue: »Hwet tinkt dy fen kastleins Griet?"

Dat kaem Doue ontforwachte oer; hy sei: »Ho komst der sa by?"

»Nou, hia het in boel fen Rinske."

»O! ast der op út wotte: né, der is naet 'fen oan."

Franke hied er gjin nocht oan om Douwe to fergjen op in antwird dat er frywillich graech fen him hearre wold hie. Om

op oare tinkbielden to kommen , bleau er ris stean en kearde him om nei Jinsenbürren, wils 't er sei : »It wirdt my altiid sahwet freamd to moed, as ik ûs dorp for in poas forlit, en altiid — al gean 'k ek mar for 'n dei twa foart — mat ik mysels oufreegje : »Ho scil 't der allegearre wêse as ik werom kom ? By sôk foartgean fiel ik altiid twa dingen. Ik bring my den sa riucht to binnen it onwisse en 't onbistendige fen al it tide-like; derby fiel ik den mear as oars mei hofölle bannen ik oan min bertepnak testfrissele ben.”

»Oer söks bikommerje ik my net,” sei Doue, wils 't er foart roan. »Al wier men hûndert jier ût sa'n dorp, den scoe men der yet net fölle foroaring fine. Ek den scoene der yet in healtüszen Jannen en Klasen en Trinen omrenne, dy fen de tsjinwirdige net to onderskieden wieren. Dy scoene allegearre om dy hinne stean gean en dy oangapje en mei in heech borst dy fortelle, dat alles in al dy tiid fiks by 't selde bliuwn wier.”

»En den ûs sibben en sökken dy ûs nei oan 't hert lidse ?” sei Franke wils 't er Doue wer efternei roan.

Nou bleau Doue ek stean om nei it dorp om to sjen. 't Wier krekt as 't moed him fôl waerd , hy sei : »Dou hest gelik! — Mar komoan, foarût mar, dat is de saek.”

Franke wist net hwet er der oan hie. Hy seach wol dat er hwet in Doue omging, derom frege er meilyich: »Hwet skeelt er oan ?”

»Neat ! — Ik gean riker foart as ik hier komd ben.”

»Ho mienst dat ?”

»Dat mien ik sa ,” sei Doue , wils 't er de hölle heger stiek, dat Griet sa goed mines is, as Maryke dines.”

»Mar dat fanke is earm ; earmer as Rinske.”

It forwit, dat in dy warden lai, ging Doue nou sa nei net as 't him in heal jier earder gean scild hie. Mei in hertlikheid, dy Franke sîn hirde warden birouen die, sei er: »As ik Rinske sa echt en goed lieaf hawn hie , scoe neat ûs skaet ha. Bûtendat is Griet net earmer as ik ; hwent ik mei net mear op heite hird sitte om op sîn dead en sîn jild to wachtsjen.”

»Hwet habbe hy en dou nou den wer twisken elkear?"

»Nou neat mear, suver neat mear as in stiif sin. Ik hab in keuse dien twisken fyntwesen en frydom, twisken de rest fen in festbûne en de arbeid for my en dy my lieaf benne. Ik hab in kar dien, friûn en ik tink net wer in Jinsenbûrren to kommen."

Franke tochte, dat is wer de alte Doue út ûs jongesjierren.

»Lieave friûn," sei er, »hest den alles wol goed oertocht?"

»Praet my net mear fen oertinken. It mat nou oars wîrde. Ik hab al safolle oerlein, dat ik op 't lest net mear wiste hwer my de hölle stie."

»En wost nou wer foart?"

»Ja, mar Griet scil my gau folgje. Hia scil der likwol net sa stil útknipe, lik as ik needsake ben to dwaen."

»Hwer wost nou hinne?"

Derop forhelle Doue: Liuwe kastlein hie for in wike mannich út Amerika skriuwn, dat er der goed to plak komd wier. Hy en in stikmannich oaren hiene mei 'n oar in greate leape grûn kocht, en nou hiene se forlet fen hinnen om dat to biarbeidsjen. »Hy arbeide sels", sa skreau er, »safolle en sa hird as er mar koe, hwent hy hie gau insioen, dat er fen sîn meinomd jild net lang tarre scoe kenne, en sa lui en sa dom, as de liu to Jinsenbûrren altiid mienden, wier er lang net. Ek hied er birou fen sîn foartgean en scoe graech wer by sîn wiif en berntsjes komme wolle, as er mar koe en doarst. Hy fiede him ald en forlitten en hy scoe nou gjin greater freugde op ierde bilibje kenne, as dat sîn hûsgesin der by him kaem. — De kastleinske hie 't net fôlle mei dy brief op hawn, mar Griet, dy altiid wakker aan hiar heit hinge, pakte der fry hwet mei om. Hia hie Doue de brief lêse littien, en sein, hia woe wol dat se mar by heit wier. Derop hie Doue sein, hy woed er ek wol hinne. Sa wieren se togeare gau ta'n bislût komd. Mem hied er wol tsjin inlein, mar hia hie tajaen mattien. Allenne, dat se Kike dalik mei Doue foartgean liet, hiene se net fen hiar forkrye kennen. Doue, dy altiid makliker allenne werom komme koe, as er dat woe, tocht nou den Liuwe kastlein op to siikjen en, as er der wier, dalik to skriuwen.

»Hest al pompieren en reisjield?“ frege Franke, dy alles yet foarkaem as in droom.

»De pompieren scil 'k wol klaer krye; reisjild, ja, dat ha 'k al fún, of lieaver, ik ha 't stellen, as 't it sa neaine wotte. Us alde het nea nen lyen mei jildkrapte, hy het altiid fölle mear in 'e hús as er brûkt. In hündert gûne of hwet triuwt er faek in in ald hoas of in moalpûde hier en der biside, en soms sa goed, dat er 't sels net wer fine ken; dertröch het er my al ienkear in hiel skoft for in dief halden. Ja friûn, sa stiet it; ik hab sa'n nest fún en de ayen der ût nomd. In brief ha 'k er for in 't plak lein, der stiet in: »Nou ha 'k it dien, hwer jy my fen to foaren fen biskildigen“. Ik mien ek yet wol hwet oanspraak to habben op sín help; mar as ik him dat sei, scoed er 't wol net leauwe; mei him to harrewarjen der hie 'k gjin nocht oan, derom ha 'k my sels mar redder. It is sin eigen skild, dat ik my net mear for sín soan oansiuch en my sels it bodelean mar tateld ha. Dit is 't leste fortriet dat ik him oandöch en hy mei bliid wêse dat er dat greatske kastleinsfanke net onder sín dak hoeft to habben.“ Franke wier suver fen 'e streek, do er dy fint, dy er altiid for in flaeue kerel halden hie, sa opsprekken hearde.

Swyend gingen se nest elkoar foart, Franke al stadichoan langsumer; hy hie Douwe, ja, hy hie de tiid wol tebek halde wollen. Op 't lest sei er: »Ik hie in bult sin oan dat grote boelgoed, mar nou ken 't my neat skele. Ren mar sa hird net; wy komme er earder noch.“

»Né,“ sei Douwe, »wy matte hird renne, 't giet my fiers to sleau. Ik mat nou foarút.“

Doue roan sa hird dat Franke hast net mei komme koe. Hy naem him by de earm en sei: »Friûn, dou bist tsjinwirdich net in de riuchte tastand om de wichtichste stap fen din libben to dwaen.“

»Lit my min gong gean,“ sei Douwe, wils 't er him los skoerde. »Ik hab it dy sein, de tiid fen oertinken is foarby. Ik mei net mear foarút tinke en ek net tobek. Ik ben nou op wei en foarút wol ik.“

»Mar hwet driuwt dy den nou ïn ienen sa hird foart ? Maryke het my kortlin yet sein, jimme heit en dou libben ïn 'e beste frede.”

»Ja, salang as al min gongen en alle warden en wirken krekt sa wieren as hy 't ha woe.”

»O just — en nou din gongen nei de herberge !” —

»Né, dat wier ek al in order , ta dat er kaem to hearren dat it selskip tsjin dominy opstien wier.”

»Dat het it selskip net dien.”

»Derom koe 't heit sa wol torteld wirkde, en der komt it mar op oan,” sei Doue, en do forhelle er ho en mei hwet warden him dat hûs forbean warden wier. En do wier hy sa ingrimmitich warden dat er alles kort en klien slaen kend hie. Maryke wier bang fen him warden , en de alde hie 't ek net weage om him to bruyen, do er fen Griet bigûn to praten; hy hie oars al in ein stok ïn 'e fûst, mar dy hied er fen mallens tsjin 't fenster oan smiten, dat de stikkene glësen oer de dik fleagen, en do wier er nei dominy gien. Troch dy storm wier Doue nou foartdriuwn. De alde kaem earste tsjin de jûn wer thûs en do wier er al wer friûnlik, mar dat hie Doue sîn plan net foroare; hy hie him dy goede bui allenne to nutte makke, om to freegjen as er twa of trye nachten útsenhûs mocht. Dat wier him dalik tastien, al ho'n drokte der oars al in 't bûthûs wier mei 't koukealjen en sa. De jûns wier er tomûk wer nei de herberge gien, en do hied er mei bliidskip heard , dat Franke ek nei de Harnser kant woe ; nou hied er ien der er yet ris mei prate koe en sîn saken iepen lidse. »En nou ben ik den op 'e reis ,” sei er, »fen gjin menske hab ik ouskie nomd as fen Griet. Thûs doarst ik er gjin wird fen útlitte, al hie 'k ek net frese matten dat heit den dalik nei sîn ald hoas omsjen scild hie. Ik ben net sa'n kalde hertlose fint as in hopen miene, oars scoe 'k alhiel end al net om foartgean tocht ha.”

Hia kamen sonder mear to praten oan Nullegea ta. Franke stelde him sels al foar, dat hy trôch Bartele for de ferlieder fen sîn

soan halden wirde scoe , en dat de alde him a like hird as in ondogense jonge forflökke scoe. En Maryke, dy seach er in sin forbielding al bleek en mei readskriemde eagen foar him stean, om him to forwiten dat er hiar broer in sin ellende renne litten hie. Hie Doue him sin bislüt restiger en mei forlegenheid meideeld , den scoed er der lang sa swier net oer tild ha as nou, den hied er it halden for in gau wer oer to betterjen opren , dy ût in foege deilisskip foartkomd wier. »As er ris wer oars to moed waerd?" frege er jimmer by him sels, en stelde him den huverjend de tastand foar fen dy fynt , dy tröch in onoerleine stap for al tiid sin thûs kwit rekke wier. Tiidwinnen like him in best ding ta, en 't waerd him rommer om 't hert, do Doue sa restich en droech tsjin him sei : »Ik kry wol sin oan hwet iten en drinken; wy matte hier mar ris oan."

Franke wier der net tsjin , né , hy wier der mei in 't skik , dat er for in poaske net mei Doue allenne hoefde to wesen. Franke siet al in de litse, ienfaldige Nullegeaster herberge by't fiür , do Doue yet foar de doar stie om de snie fen de skoen ou to stampen. Hy kaem ek gau in 'e hûs, sin stok en sin doek mei goed lai er op in stoel om 't hoekje fen de doar, en do ging er ek by 't fiür sitten. De kastleinske, in ienfaldich nedrich klaid wifke , siet by de koffitafel , in jongkerel , dy hia master neamde , en by hiar in 'e kost like to wesen, siet in 'e hirdshoeke, oars wier der gjin folk in de jachtweide. Us twa reisbere liu namen elk in kopfol koffy mei in stik iten. Wils 't se der mei dwaende wieren kaem der in omrenders-wiif in, mei 'n wite mûtse op , dy se mei 'n reade doek oer de hölle festbün hie, — en in koer in 'e earm ; hia sloech gjin acht op 'e manliu , mar roan riuchtût op 'e kastleinske oan , en feilde hiar geastlike boekjes oan , goed om goud en silver to wriuwen en goed for rotten en mûsen. Derby wier se dalik op 'e tekst oer saken der de lleare , de siele , de sonde , de fordommenisse en yet mear fen söks om 't oare wird by to pas kamen. De kastleinske

hie der wol oandacht for ; hia scoe for dat pas neat keapje , sei  
se, mar hia treau it wiif, do se foart scoe, hwet in 'e han.

»Dat menske ,” sei de kastleinske tsjin de manliu, »doar ik  
net mei lege hannen gean litte ; ik ben altiid oars as oars, as hia  
hier komt, hwent it is in bysonder menske. Hia wit rie for  
allerhanne kwalen, en men heart soms dingen fen hiar, dat men scoe-  
ne sidse, hia mat omgong mei de kweade ha, — en aan de oare  
kant, as ik hiar sa praten hear, den scoe 'k sidse, hia mat in  
wesentlik bikeard menske wêse, oars koe se sa'n tael net sprekke.”

Bartele Doue sei tsjin Franke: »Dat is de dochter fen de ald  
soldaet.”

»Wel divekers !” sei Franke, »hie 'k dat witten, den hie 'k  
hiar sa lang net bekje litten, ik hie se lieaver ta de doar út  
sköppe wollen.”

»Den hiene jy 't ek mei my to dwaen krite ,” sei de kastleinske.

»Hwerom dat ?”

»Wel, it menske die hier ommers neat gjin kwea, en hwet se  
sei, dat wier wol tige goed. Ik scoe net graech ha, dat sa'n  
menske, dat mear ken as sliuchtwei , ontosreden út min hûs ging.

Doue sei: »As hia mear ken as sliuchtwei, hwerom helpt  
se hiar sels den net earst? Den woe 'k gjin earmoed ha,  
tocht my.”

Franke wier nei 't fenster roan om de skoaister esternei to  
sjen, wils 't hia ta de bûrren út roan. Dat is se nou, tocht er,  
dy alte Bartele soarby prate koe en Maryke in hopen hertsear  
bisorge het. Dat sa'n froumenske yet op sa'n menear oan 'e  
kost komme ken, dat teikent al freeslike min for 't sün forstan  
fen de mensken hier in 't lan. »Oerlûd sei er: »Dat wiif ken  
hiar liu wol, dy se hwet op 'e moue spealdsje ken. In dom  
geswets in in kliemske trant útspritsen, ken wonders dwaen, as  
der mar genoch heilige nammen by misbrûkt wirde. Hwet is't  
al binaud, dat de ientafldige goedleauende mensken hiar yet fen  
sök folk inpakke litte.”

De jongkerel in de birdshoeke wier de Nullegeaster ondermaster,  
1869.

in boeresoan aan 'e Skraerder kant wei, dy oan sîn memme borst ek al hwet fen 't alte gelove insûchd hie; ik leau dat er letter onder de nye skoallewet in in bysondere kristelike skoalle master wîrden is. Hy die de mûle ek ris op en sei: »Der kenne jy jo wol hiet oer meitse; mar hwa scil der hwet oan foroarje?»

Franke sei derop: »Ik ken jo net, mar 'k ha jo master neamen heard; ik tink dat jy hier in 't gea de ondermaster benne; en derom harkje 'k er raer fen op, dat jy sa'n frage dwaen kenne? Op jinne wei leit it, om 't bygelove út to roegjen en de mensken tinken to learen.»

»'t Scil altiid slim to skieden wêse, hwet bygelove is en hwet net.»

»As jy dat net skiede kenne,» sei Franke, »lear de mensken den mar út hiar eigen eagen en foar hiar eigen foetten to sjen, inpleats fen, lik as sommigen dögge, de liu to blindoekjen om sels as paedwiser op algemiene kosten meireisgje to kennen.»

De kastleinske sei: »Jy bigjinne in rare tael to sprekkien. Benne jy ek al sa'n godsforsaker lik as dy fryselseler en sîn soan der to Jinsenbüren?»

»Kom, wy gean der út!» sei Franke tsjin Doue. Hy smiet de stoel sa ful tsjin 't bedsket oan en 't jild sa finnich op 'e tafel, dat de kastleinske siker hast bang waerd. Hy wier al ta de doar út, do Doue, dy sîn stok en doek mei goed socht, freeslik bigûn to bearen: »Der het my dy dîvels ald tsioenster min goed mei nomd. As dat er net gau wer komt, den scil, by dit en by dat, de dîvel der in slaen!»

»Och heden noch ta!» sei de kastleinske dea forlegen, »ha se jo hwet ontstellen? Wes mar in bitsje stil, as 't jo bilieast, ik wol der wol graech oan dwaen hwet ik ken om 't werom to kryen, dat it riucht er mar net by to pas komt, hwent dat jowt sa'n rare röp.»

Franke sei: »Dat pakje mei fleane hwer 't wol, mar dy skoaister matte wy ha, as 't in bitsje liket.»

Doue sei: »It pakje mat ik ek ha, der sitte pompierein in der 'k net bûten ken. Hwer wennet hier de fieldwachter?»

Dat waerden se gau wîs — mar de man wier net thûs, en 't scoe wol tsjin 'e jûn wirde ear 't er thûs kaem.

»Den matte wy mar gau wer op wei," sei Doue, »en mar hird oanskonkje, licht helje wy 't wiif den yette in."«

»Mar," sei Franke, wils 't se 't dorp út gingen, »Ast dy pompieren nou net wer kryste, ho komt it den?"«

»Den scil 'k derom yet wol foart komme, hoopje 'k; it jild ha 'k ta gelök in 'e bûse."«

»Wit Griet wol host oan dat jild komd biste?,,

»Né; dou maste tinke 't kaem hiar net ienris in 't sin om sa'n rike boeresoan der nei to freegjen."«

»Hark ris Doue, gean mei my nei Jinsenbûrren werom, en bring din heite jild wer op it plak derste 't fûn heste. Dy sorgje wol for de takomst sen himsels en sa'n fiks jong froumenske, dy mat de moed ek ha om flink wei to sidsen: »Hark-ris, heit, sa is 't en sa bliwt it, ik mei hier wei gean of hier bliuwe: Griet wol ik ha. Mogelik is jimme heit den ek sa hird net ast dou wol mienste."«

Doue sködhelle en sei: »Us heit en ik passe sa min by elkoar in ien en 't selde hûs as de Jinsenbûrster dominy en dou in ien en 't selde dorp. Dou scitte 't sjen, jimme togearre fine 't nea lik, en ik mei dy net sidse hwet ik der yet fen forwachtsje. Dou mienst it goed mei my, dat wit ik wol. Ik siuch nou wol in, dat ik dy wol ris fiers to min bitroud hab in min ontosredenheid; mar wrachtich Franke, ik mat foart as 't libben my ne ondragelik wirde scil."«

»Dat ken wier wêse," sei Franke, »mar gean den doch net foart as in skelm en dief. Sels foar din froumenske scitte dy letter skamje matte, en hiar nea rûnût sidse doare hwast biste,"«

Dat die mear útwirking op Doue as alles hwet Franke yet sein hie. Doue moast bikenne, do er te Nullegea foar 't hûs sen de fieldwachter stie, hied er by him sels tocht: dou bist ommers sels fölle greater dief as dy skoaister: en dat tinkbield hied er net weiplasterje kend mei de útflecht: dou hest ommers mar

in lits part fen din moerskaptael meinomd. — »Ja," sei er op 't lest, »ik wol heite jild wer to plak bringe. As ik den doch yet bislüt om nei Amerika to gean, en hy wol my gjin jild bysette, den wol ik lieaver arbeideje as in esel, of in 'e wrald omtorkje as in skoayer."

»Dat hoeft net," sei Franke forblidde. »Ik wol dy den wol helpe, en net allenne ik: Japik scil de hadden ek net thûs halde. En den ûs hele selskip: ik doar wedsje, dat elk fen biarren graech hwet meidwaen wol om dy foarût to helpen, as 't der den doch ienkear ta komme mat. Wy habbe yet hiel oare dingen in 't sin."

»As dy mensken sa wieren as 't dou se dy foarstelste, den hoefde 'k net foart, wrachtich net; it mocht den mei my renne sa 't woe."

»Nou," sei Franke, »hia benne sa, der kenst op oan. Hwet mienst dat my moed in 't liif jown het? Hwet haldt in my gelove, hope en lieafde in 't libben? In dei lang scoe 'k fortelle kenne fen hwet ik thûs wol ústien hab. Ek in min fryery hab ik de alte tsjin. Mar lit ûs der fen swye. Dou scitte wol opmirkjen habbe, dat wy der in de herberge jûns net by elkoar komme om mar hwet to babbelen."

Doue moast tastemme dat it in de forroane winter in Jinsenbûrren oars gien wier as fen to foaren. Fen tsierdery en onienichheid onder 't jongfolk hie men net heard; fen strietteskeinery allike min. Klaes timmerman wier fen de drank ourekke, trôch dat er ek graech by 't selskip wêse woe en him der fatsoenlik halde en drage moast. 't Wier altiid fredich en ienriedich tgien, krekt sa lang as dominy him er mei bimoeid hie.

By alle boeerhûsen, dy se foarby kamen, loerden se wakker om hiar hinne, as se de dochter fen de ald soldaet ek fornamen: mar hia kânen fen dat wiit gjin fear to sjen. Drok pratende kamen se niunkelitsen to plak der se wêse woene, alteas Franke; wol hwet let, mar for 't jinge hwer hy bilang in stelde doch yet earenoch.

## XIV. Hwet er wiles thûs barde.

De oare deis wier 't danige sniejachtich en by Bartel's wier 't sa stil en deadsk, krekt as der in dat hûs gjin mensken wennen. De alde siet de hele dei in 't bûthûs efter de sike kou, en Maryke jowch in 'e hûs mei har wirk net folle spil ut. Prate koe se mei nimmen en siongen wier der har wirk net om 't hert. It wier biustere ienlik in dat alderwetske milhûs mei ien lits fenster, mei brûnferwe mûrren, mei swartrikte skilderyen en de ientoanich tikjende stoeltsjeklok. Doch woe Maryke der mar lieaver allenne wêse as in 't bûthûs by heit, dy sa kortkearich wier, dat it hast net in 't lid wier to roayen mei him. Sa faek hia him der in pantsjefol koffy en thé brochte hied er hwet to grommeljen. As se den frege ho 't mei de kou ging, den krige se nauerneed in goed biskie; doch weage se 't om him op 't lest to freegjen, as se net nei Japik gean scoe, dat dy er ris by seach. Der sei er earst neat op en do hia yet ris frege, sei er finnich: »Wost net lieaver nei Franke gean?»

»Hy is net thûs,» sei se, sonder sa gau to bitinken dat se mei dat sidsen 't for har broer minder makke; dy der tsjin Bartel.. gjin wird fen sein hie, dat Franke en hy to gearre reisgje scoene.

»Is dy den ek de Harnser kant ut?» frege de alde in ienen.

Maryke waerd indachtich en 't spiet har dat se 't sein hie, mar do 't er ienkear ut wier woe se ek net lige, derom sei se: »Ja.»

Do wier 't oan 't prötteljen ta: »En der hoofde de alde neat fen to witten, wel né! Dy mat mar gorje en sparje en op 'e bisten passe, wils 't de deale witte mei hwet er wer tsjin him op 't tou set wirdt. Derom lit men my hier mar allenne in 't bûthûs omkrusse by de sike kou, en 't hout dat sa nedich stikken stein wirde mat, bliuwt allik op 't hiem lidsen.»

»Mar heit het him sels fryichheid jown om hinne to gean; jy seyen yette: »As men thûs bliuwe scil sa lang as der neat meer to dwaen is, den komt men der net ut.»

»Gean hier mar wei!“ groümmele Bartele; »de kou wirdt onrestich, hia ken din praetsjes allike min foardrage as ik.“

Hia woe wer in 'e hûs gean, mar do sei er: »Dou mast nei Hans Fetses gean, hy mat moarn, mei yet in arbeider, mei de sliptroch nei Snits, al snyt it den ek hûnestront en al reint it balstiennen. Wy habbe forkearde linkoeken, ik wol hwet fen dy beste ha, fen Snits, der wy ris earder ten hawn ha; den wol 'k bisiikje de sike kou der mei oan 'e gong to kryen.“

Maryke swalke tröch de snie nei Hans Fetses, dy efkes bûten de bûrren wenne, en 't die hiar pleisier, do se heit de tinge bringe koe, dat Hans mei yet ien de oare moarns op reis hope to gean nei Sneits, mei de sliptroch.

Dy nachts waerd it danige onlyich, it rûsde en waide en snyde alderhiusterst. De oare moarns wier 't ien suie allegearre snie, sa fier as men sjen koene; hiele bergen en banken wieren hier en der gearjage. Do de twa arbeiders mei 't hinser foar de troch der op ou stieken, wier Bartele net de ienichste dy hiar mei noed en frese neiseach. Hy hie 't licht wol safolle mei 't hinser to dwaen as mei de manliu, mar der wieren fronliu en bern, dy der riucht oars-om onder stiene. »'t Is in waer, dat Bartele scil wol oppasse dat sin hûn binnen doar bliuwt,“ sei Beits, it wiif sen Ealse Prop, de man dy mei Hans de reis die. — »'t is ommers gjin reisber waer. De manliu benne sa nedich hwet to fortsienjen, as 't ken, hwent alles sit tsjinwirdig op 't slot; men ken hast net itende bliuwe; mar oars hie 'k Ealse lang net mei ha wollen; hwent hia benne in 't gefaer fen hiar libben, hia kenne de sleatten net onderskiede.“

En 't menske hie gjin ongelik. Hwet fierder op 'e dei waerd it waer al hwet better; mar Bartelles kou waerd fen ûre ta ûre minder. Maryke scoe wol graech nei Japik roan ha, as 't wier dat de kou holpen wirde koe, en wier der gjin kans op, den mocht it beest wol ho earder ho better ût sin lyen holpen wirde. Mar hia doarst er gjin wird fen kikke, ût frese dat Franke en Doue der den wer by oanhelle werde scoene. Hia hie hiar der

oars mar net sa for mye matten. Bartele hie de nachts siker  
 mear oer de heide tynten mimere, en hwet se wol in 't sin ha  
 mochten, — as oer de sike kou. »Ja,« sei er de foarmiddeis ek  
 jummer in him sels, »dy dokteresse do, dy het it wol goed troffen.  
 De frymitseler makket de sûre drippen dy min libben forbitterje.  
 Sa gau as der ien ut dat godslorsakershûs him mei my of  
 ien fen min bern bimoeit, is hier de iene of de oare ramp to  
 wachtsjen. O, it kwea dat immen bijegenet komt allegeare net  
 fen God; ik sels hab doch ek oan alles gjin skild, en hwerom  
 doch giet it my den sa min as der ien is? Den seit dominy  
 wer, ik mat min jonge mei friûnlikers sjen to winnen, — en  
 nou misbrûkt er min inskiklikens wer om mei dy sneak op to  
 slaen, hwa neat to goed en neat to ondogens is, om 't for him  
 sels to brûken en for my to bidearren. Dy dokteresse mei wêse  
 hwa se wol, mar de fromste noch de heilichste het my 't ea sa  
 klear as hia aanwiisd, for hwa ik my to wachtsjen ha. Sökke  
 wonders benne doch wonders, dy men leaue mat, de liu mey er  
 fen sidse hwet se wolle.»

Yet fester as ea to foaren leaude Bartele 't nou, dat de fry-  
 mitseler op de iene of de oare menear skild hie oan sin ongelök.  
 Hy biskildige him sels, dat er net mei dominy oer dy hele storie  
 in wird praten hie; hied er dat dien, den hoeftde er wollicht net  
 mear nei 't ho to freegjen. »Hwet ienkear holpen het, mat mar  
 wer helpe in hwaens namme den ek,« sei Bartele, do de kou  
 wer biuster bigûn to kreunen. Hy sprong oerein, helle de skierre  
 naem hier en bloed fen de kou, en do moast er in boar ha, mar  
 dy koed er net fine. Nei Klaes timmerman om in boar? né, dy  
 kerel mocht er sa min lye, der woed er neat fen liene. Den mar  
 nei de kûper, dy wenne alhiel op 't oar ein fen de bûrren; in  
 hopen geren, mar dat wier net oars. De stal utrikje mei de dok-  
 teresse hiar goed, dat koed er wol dwaen as er werom kaem; it  
 boarjen moast earst mar.

Maryke seach him foartgean, hia bigriep wol hwet er in 't sin  
 hie en hia tochte: as 'k wiste dat er efkes wei bleau scoe 'k

Japik gau efkes by de kou röppé. Wils 't hia der oer tochte kaem de fieldwachter op 't hüs aan stappen, hy die de doar op en frege Maryke: »Is Hans Fetses van der Velde hier?»

»Né, hy is mei Ealse Prop nei Snits om linkoeken. Mei in ûre scille se thûs wêse kenne, tink ik.»

»Ik mat him dalik ha.»

»Nou, as jy de dik út geane, scille se jo wol tomiette komme, hia benne mei de sliptroch.»

»Der ha'k net fölle sin aan en 't ken my ek neat úthelje. As jy der net tsjin ha, wol ik him hier wol opwachtsje.»

»Der hab ik neat tsjin,» sei Maryke en ging in 't bûthüs nei de sike kou. De fieldwachter kaem hiar nei en sei: »Skeelt cr hwet aan?»

»Ja, siuch ris ho binaud dat beest er hinne leit. Scoe der neat aan to dwaen wêse?»

»Ik hab neat gjin forstan fen söks.»

»Heit is de bûrren op; ik wol jo graech in dûbeltsje jaen as jy hier gau immen helje wolle; dy der hwet forstan sen het.»

De fieldwachter roan as in lieap ta de doar út en skean oer de dik. Al gau kaem er werom mei Sape by him: hy hie Franke helje wollen, mar dy wier net thûs.

»Is Bartele hier net?» sei de frymitseler.

Né,» sei Maryke, »hy is efkes nei de kùper ta, leau 'k.»

»Om in boer to heljen?» frege Sape glimkjend.

Der sei hia lieastf neat op en hy sei: »Nou, men seoe de gekken net kenne as se hiar sels net iepenbierden. Mar dat beest is nou mei gjin boarjen to helpen. It ken yet wol in deimannich dûrje en 'k wit ek wol hwet krûden Franke for dit ongemak brûkt, mar wy habbe se tsjinwîrdich net in 'e hüs.»

»Och heden! dat earme dier!»

»Dy earme Bartele!» lake Sape. »Der jinsen op min lits pleatske lidse yet in restje fen dy krûden op 'e souder; wy habbe er net om tocht om se der wei to heljen. Nou, kom oan, in kort birie en dat goed; ik wol him ris oer de staech sette.

Maryke, liest net in moalpûde of sahwet? Ik scil dy krûden der mar gau wei helje."

»Ja, mar dat is ommers in hele reis."

»It waer is nou sa slim net; mei 'n pear ûre ken 'k wol werom." Sape wier sadanich mei 't tinkbield innomd, om Bartele ris op in moaye meneare biskamme to meitsen, dat er der net ienris om tocht earst nei hûs to gean om sîn wiif to sidsen hwet er scoe. Hy hie de learsen aan, trôch det er just tosoaren 't lan út west hie om nei de skiep to sjen, en do Maryke him in pûde jown hie, stapte er der op ou. Hy gîng dwars trôch Bartele fenne, om 't der winterdei in hout oer de opleart lai, hwertrôch it paed in eintsje korter waerd en de smoarge dik myd wirde koe. Hy wier mar just op 'e stap do Bartele de efterwei lans kaem, mei in boar in 'e han; sa roanen se elkoar foarby mei de sleat twisken beiden. En Bartele seach him sa ougrislike mal oan, dat er tochte: Dat woe 'k doch wol dat mear mensken seagen. — Hy koe 't laitsen net litte en hy sei in him sels: »Lieave sauntsien en gjin ein! hwet scil dy man eagen opskoerre as er wîs wirdt hwet ik for him doch." Hy woe yet net tsjin Bartele bigjinne, mar hy moast wer laitse do er klear seach dat de alde der sorch for hie, do er him sa hird as er koe en mei de eagen stiif nei de grûn foarby striek. »Dou bist yet net botte sterke in din gelove, aste sa skrutel biste for in dîvelskinstener," mompele Sape en stapte fierder.

Bartele hie 't wol sioen dat Sape gniske en hy koe de stille winsk net fen him keare, dat dy heislike frymitseler ris oan 'e hals ta in in sleat fôl snie sakke. Do er thûs kaem wier sîn earste wirk in gat in 'e beam to boarjen en der 't hier en bloed fen de kou in to triuwen: do dat dien wier gîng er sonder praten nei de souder om krûden to heljen. Hy bleau der in fûch heal ûre, mar hy kaem mei lege hinnen wer del, en do wie er krekt sa wit as in deade. Hy hie de brief fen Doue fûn, hwent hy hie dy krûden en 't jild dat Doue stil metnomd hie, by 'n oar op ien plak birgen. Hy hie dy brief haestich oerlêsen, yet

ris lësen en do oan biten en brokken skoerd. Do stied er in poas krekt as in stiennen peal, op 't lest kaem er danich ontsteld wer del en gïng nei 't bûthûs, net sa sonders om nei de kou to sjen, mar om 't er der in 't skimerdonker allenne wêse woe. De kou like hast al dea to wesen, mar dat koe Bartele neat mear skele; alles mocht om sin part nei de wealich fleane, hy bilibbe doch nearne gjin wille oan. Derom just wier Franke nou ten hûs, — en Maryke wist ek ten de hele saek. O, dy dokteresse hie de onheilstichter wol goed op 't each, hear!

Bartele miende Sape, fen hwa al sin onheil kaem, wer niunken him stean to sjen, sa haetlik to gnisen lik as do se elkoar foarby gingen, en hy koe nidich wirde op him sels, dat er de kerel net ten sîn lan jage, of mei de greate boar sa in 'e hûd om stitsen hie, dat er nei gjin menske mear like. Hy koe net mear restich op ien plak bliuwe. »As de dîvel my nou mette,» sei er, en hy scoed er op iolgje litten ha: »den wier 'k wrachtich in steat om min siele oan him oer to jaen,» — mar dit leste halde er binnen. Hy roan ta de bûtdoar út, der stie de fieldwachter de dik út to fierkjen as Hans Fetses en sîn maet hast kamen. Bartele sei tsjin him: »Ik hab der in planke oer de opfeart lidsen, dy mat ik brûke; wost dou dy der wei helje? den kenst hwet fortsienje.”

»Ja hoer, ik wol 't wol dwaen; mar ken der ek in ongelök fen komme, as der immen lans wol? De opfeart is tsjinwirdich net best to onderskieden, alles sit fol snie en 't iis dat er onder is, ken net halde.”

»Ik ben net forplichte om der in paed to halden, wol?”

»Né,”

»Nou, derom. Hwet er fen komt is for min rekken; ik mat de planke ha; wost dou him helje, den kenst in healgûne fortsienje. Hier is in ein tou, slaen dat er mei in strûp om, den kenst him maklik oer de snie luke.”

De fieldwachter wier in tsienstige geast, dy for in healgûne try hwet dwaen woe. Hy forgeat for in amery dat er Hans Fetses,

sa gau as er him fun, soar de griftman bringe moast, en earst net nei sin eigen huis gean litte, dat er gelegenheid bie om sin bern hwet in to printsjen en leugens mei hiar gear to stallen hwent er wier stellen goed in Hanse huis fun. De sabelman stiek it lan ut om de planke; hy hie mei hinne en werom reisgjen wol in great ketier wirk; mar op healwei wier in daem, der koed er de planke wol lidse litte, sei Bartele. De alte roan wer in 't bithus en ging op 'e bank sitten mei de earmtakken op 'e knibbels en de holle twisken de hannen.

Do de fieldwachter ut it lan werom kaem, seach er de slippetroch op 'e dik oankommen en hy sette er dalik op ta. Hy seach mar ien by de troch, dat wier Ealse Prop, mar der lai ek ien in, dat scoe Hans fest wol wese: mogelik dronken!

Sa gau as Ealse in menske seach sei er: »Ochi wolle jy gau eskes nei dokter gean? 't Stiet mei Hans net best, hy het him danich tofallen.»

Hy ried mei de troch by Bartelles in de skurre en do wier 't der mei gauens allegearre mensken. Ealse forhelle; dat Hans in delrennen fen in tille op 'e gledde snie utgliden wier en mei de holle esteroer op in balstien fallen. En nou wie er safolle bloed kwit rekke, dat er nauerneed wiste dat er in 'e wrald wier, en yet wol kreune mar hast net prate koe.

Bartele kaem ek ut it bithus, hy waerd sonder freegjen gau wijs hwet er to dwaen wier, en do er fornaem dat er *net* ien in de opfeart sitten hie, koed er siele dat it him rommer om 't hert waerd.

»Der mat mar gau ien nei sin bern om hiar to warskouen,» sei ien fen de wifkes, en in oaren sei: »De stumper is nedich mar gau op bed en in 'e waermte.»

De fieldwachter koed er hast net by komme, mar hy tochte: ik mat nou tröch inskiklikens min eigen saek net bidearre. Hy hie kibjen genoch hawn fen Egge Blomterp, dat er der by Hanse de boel net earder ris ondersocht hie, om 't er wol wist dat der allerhanne skurf folk oanhalden waerd. Hy hie Hans

altiid hwet myd om sin foarname familie, mar der hied er him sels mar lest mei op 'e hals helle en de ongenade fen sin oermannen. As Hans sa nei aan 'e dead wier as 't wol like, den moast er op de iene of oare menear yet wirden ût him sjen to kryen.

Hy krong tröch 't folk hinne by de troch en sei : »Hans, dou mast, as 't mogelik is, my elkes to reden stean. Ik hie orders om dy op 't gemeintehûs to heljen, der scoest forklearring dwaen matte hwetste mei dat wiif ût to stean heste, dat se hier in dochter fen de ald soldaet neame. Hia is hioed in din hûs bisûn en der het se goed brocht dat hiar net taheart en dy ek net. Nou kenst net mei nei 't gemeintehûs, mar dou scitte hier, mei de dead foar eagen, de wierheid wol bikenne wolle, tink ik.»

»Och,» kreunde Hans, »dat wiif — wit neat en ken neat — my ek net helpe. — As 'k wer better ben — scil 'k alles sidse.»

»Hy slacht bûten ; hy het sin besleur net,» sei er ien.

»De man moast nou ek mei rest litten wirde, sei in oar.

»Ja,» kreunde Hans wer, »ik wit wol hwet 'k sids. — As se my gjin earmoed lye litten hiene — scoe 'k wol in earlik man bliuwn ha.»

Maryke kaem to sidsen, dat se in 't waerme milhûs in bed for Hans klear hie.

Der kaem Bartele oansetten en sei : »En dat in min hûs ?» Ik wol gjin bloeddrippen op min hûsrie ha fen sa'n dogeneat, dy mei tsjoensters en dieven en de allergemienste snaken ien line lûkt.»

»Stil, stil !» waerd er mompele, dominy komt er oan.»

»Nou heit,» sei Maryke, »den mat er ommers in 'e hûs en op bed; ho scil dominy oars mei him prate.»

»Nou, to den mar !» sei Bartele en ging wer nei 't bûthûs, der de ky al roerich waerden, om 't it hege tiid wier om hiar to biredden. Hy wier bliid dat er mar wer hwet to dwaen hie, hwent beusichheden bisûn er him altiid yet wol by.

Dominy kaem yet eardernoch om hwet mei Hans to praten ; mar dokter, dy net thûs wier, do se him helje woene, kaem gans letter, en do wier Hans al wei.

Maryke wier hiar eigen huis net machtich, hwent elk en ien roan der uit en in. De iene skriemde en de oare praeitte, de iene woe graech hwet sen Hans sin omstannichheden witte, en de oare woed er graech sen fortelle; de iene sei: hy hie neanen besten west, en de oare sei: 't wier doch in gris dat er sa oan sin ein komd wier. »Ho't nou ris mei sin earme siele wese scil,» suchtte in tredde, en in fierde sei: »Dominy hie op 't lest wol hwet hope for him.» Maryke hie 't ek heaver hawn dat de man nei sin eigen huis brocht wirden wier, mar der wier sa'n bitsje romte, en 't wier ek altiid earmoed, sen alles wier der brek in 'e winter. En de bern jammeren sa, as se thuis hiar heite lik oer de flier kriegen, den doarsten se der nachts net wese, hwent och, sin libben hie sa nuver west. Alle liu waerden oandien, do dy bern der iepentlik fortelden ho raer hia mei hiar heit libbe hiene; it wier gjin wonder dat hia bang sen hiar deade heit wieren.

Maryke hie sa'n drokte en geskrip mei al dat spil, dat se net ienris mear om Sape tochte, howol se net fornomd hie, dat er sen sin reiske werom komd wier. Nammers to mear tocht Bartele om de frymitseler, en 't woe him net lökke om sin onrestige konsjensie del to bedsjen mei 't tinkbield dat Sape onder Gods hoede wier. Do er de sliptroch mei dy bloedrige man der in op sin hiem kommen seach, hied er dalik tocht: dat is Sape en dou bist sin moardner! — Dat kaen ta gelök oars uit — mar hwer bleau Sape den? — It waer wier wer fölle minder wirden, de iene bui jage de oare en den snyde 't soms dat men uit de eagen net sjen koe. Bartele wier net mear de selde stive wrevelige dwarskop sont er bloed seach. Hy hie krekt in 't sin om ien nei Maike to stiuren, to freegjen as Sape al werom wier, do him just tröch immen sein waerd, dat Hans foar dominy bikend hie, dat hy mei dy ald dokteresse it hiele dorp hidragen hie. Do kaem it him in ienen sa foar, krekt as dy twa dogeneaten him altiid tsjin sin búrman opfitere hiene. Hy skamme him foar him sels, dat er dy man altiid sa lieafdeloas foroardield hie, en 't

pakte him aldersfreeslikst aan, dat Sape tröch *sín* tadwaen wol ris in de opfeart forongelökke wêse koe. It waerd him in 't bûthûs ek to binaud, hwent it waide by setten, dat *sín* hiel ald hûs sködde en kreake. Hy makke hird dat er 't foerjen dien krike, do gîng er in 't miliûs op in stoel sitten, hy trille oer alle lea, en 't waerd him allegearre sa swier en sa near krekt as er han noch foet mear forreppe koe. Hy sikhelle sa swier as immen dy in in hirde koarts leit; mar do der wer in ougrislike winskoer kaem, sprong er oereinj krekt as er tochte dat it hûs op him delfalle scoe. De man hie 't freeslike krap en yette wist er net ienris dat Sape eigentlik for *him* dy reis ondernomd hie, dat er krûden for *sin* sike kou helje woe. Dat seoed er net earder wîs wirde as Sape wer thûs wier . . . .

Do Sape de neimiddeis op reis gîng en Bartele sa earmherlich him foarby gean seach, hied er yet mei mear moed de reis ondernomd. 't Leit in 't aerd sen wolvredete liu, as se ienkear in ding foar hiar nomd ha, den renne se tsienkear drister as oaren der op in. It wier doch gjin neatichheid for de man, dy al fry hwet ald waerd, om sa'n reis to ondernimmen by onlyich waer en oer de snie, as de paden tröch 't lan sa min to roauen benne en de sletten sa min to onderskieden. As 't bigûn to skimerjen waerd dit yet minder, dat hie Sape wol in 'e rekken, derom roan er sa hird as er mei skik mar koe. Hy wier riucht wol to moed en hy tocht jimmer: Dat wier doch moai! dat moasten alle mensken sioen ha, ho de godloase frymitseler en de fromme wonderman mei de boar, elkoar foarby gingen."

In de hinnereis gîng 't him best, 't wier liocht dei en 't snyde net fölle, en tröch dat Bartele dy planke oer de opfeart hie wier 't ein rennen amper in ketier korter. Dat lits pleatske stie der nou leech, omdat Sape sels yet net goed wiste hwet er der mei woe, hied er it ald hûs yet net oubritsen. It lan hied er de leste simmers bifetweide en as Franke der den ris hinne wier om nei de bisten to sjen, rekke er ek al gau oan 'e gong om krûden to siikjen dy er as bistedokter brûke koe, en hied er der den gjin

sin oan om dy mei nei hûs to toayen, den brocht er se mar in 't ald  
 hûs. Der helle Sape nou in restje fen, op hope dat er Bartele kou  
 bihalde scoe kenne. Do er op 'e weromreis wier waerd it waer  
 al gau bird minder. Buyich hie 't de hele dei west; hy hie der  
 in 't ald hûs al ien bui ouwachte dy gans in poas dûrre hie, sa  
 waerd it niunkelitsen ek letter. En de buyen kamen faker en  
 waerden fôlle wreder. It waide mei gewelt en de fine snie foel  
 der sa tsiok en jage sa fûl, dat men gjin trye ekers lan foarut  
 sjen koe. It lan wier oeral wit en tröch de hirde wîn jage op 't  
 romme field alles slucht en fol. Sape wier 't paed sa kindich  
 dat er 't wol drome koe; mar sa faek as de buyen hwet lichten  
 moast er om him hinne sjen, om him goed to biwisjen hwer 't  
 er wier; hwent it bigûn ek al hwet to tsiusterjen. Den hied er  
 ris in 'e wîn en den wer sidwîn; hy moast aan de ankels ta  
 tröch de snie wadsje en stapte alle ameryen in in greppel. Sa  
 krike er op 't lest doch de steger in 't each fen de planke dy oer  
 Bartele opfeart lai, — do tocht er: As 'k der oer ben den ben 'k  
 klear. Dy steger wier makke fen twa alte peallen mei in ein  
 latte der oan, hwent it wier mar allenne foar de wintertiid en  
 meast for Bartele en hiars eigen geriif. Do Sape by de steger  
 kaem wier 't wer in biuster waer; de snie gisele him sa in 't  
 gesicht dat er gjin han foar 'e eagen sjen koe. Al hie de planke  
 derlein; den hied er doch wollicht onder de snie bijage west, alteas  
 Sape tocht dat it sa wier, mar as er by de lening lans gîng  
 scoed er 't wol roaye tocht him. Mar — mei de earste stap  
 gîng er al nes onderen, der net op fortocbt, foel er oer 'e side en  
 tröch 't iis hinne, dat onder de snie siet. Der stie op dat stuit  
 in aerlich stik wetter in dy opfeart, sa dat de man lang net bû-  
 ten gefaer wier. Mar hy krike ien fen dy leningpealtsjes to  
 pakken en do stie er gau wer op 'e wal. Mar do wie er der  
 gled in wei hwet er ût moast, hwent hy wist tröch kjeltme en  
 ontsteltenisse net ienris dat er oan 'e selde kant, der er in de  
 opfeart rekke wier, der ek hwer ût kaem. Hy bitocht him ef-  
 kes, do miende er to witten hwet er ût moast en hy stapte tröch-

wiet en kald er wer op los. Lang hied er net roan do siet er wrächtich al wer in in sleat, dat wier likwol mar in litsen, der klande er gau tröch binne en do fielde er dat er in dik onder de foetten hie. Hy miende op 'e Jinsenbürster dik to wesen, mar hy wier der sahwet dwars tsjin oer op in leane, dy twisken de lannen tröch roan, dertröch gîng er ten hûs ou inpleats fen der hinne. It waer bidarre op dat stuit wer hwet, mar it deiliocht wier wei. Al mei 'e tiid bigûn er to bigripen dat er forkeard roan, mar hy moast by him sels bikenne: hy wist er neat meer fen hwer 't er wier en hy tochte, ik mat mar renne sa lang as ik in hûs fin. Dat fûn er net gau; in ketier falt immen onder sökke omstannichheden ek fölle langer as oars. Einlings en to lesten, ja, do kaem er by in hûs; mar derom yet net by mensken. Hy seach it ridlik gau, dat er op 't selde plak tolanne kaem der er in poas tofaorren wei komd: wier by sîn eigen lits pleatske.

Hier scil ik to nacht mar bliuwe matte, tocht er, hwent fierder to gean dat wier hast net to weagjen, en hy wier ek skien to 'n ein. Hy wist wol dat er in 'e skûrre yet in heap striegoed en hearûchte lai, en 't like him hearlik ta om der mar in to liden. Hy krûpte ta 'n ald fenster in, went de doarren sieten op 't slot. Hy wier in dat hûs wol bikend; strampeljende en knoffeljende in de tsiusternisse kaem er op 't plak der er wêse woe. De leassen, dy er fol wetter hie, seach er út to kryen, en do krûpte er mei de klean oan in sîn nest. Hy koe der seafit enoch lidse en him ek goed bistopje; mar kald! alderfreeslikste kald waerd de man mei sîn wiet pak oan: hy fielde dat it lang dûrje scoe ear 't er de waermte krigie. Hy trille net, mar hy skôdde, gjin lid koed er stil halde, de tösken klapperen him op elkoar; do er hwet ta him sels kaem, fielde er wol, dat er lang net try fen koarts wier. Dat scoe in freeslike nacht wirde. En do stelde er him foar hwet sîn birabbers wol tinke scoene, as se de frymitseler der sa ris súnen. Mar net allenne om sîn fyannen tocht er, dy mochten him útlaitse of haetlike útfallen oer him dwaen, dat telde er net, ek oan alle goede en brave mensken tocht er,

dy er foar en nei op 'e libbenswei met hie, en foaral, oan sîn dierbere sibben. Hy stelde him foar dat Maike en Franke en oaren dy it goed mei him meinden, him der sa lidsen seagen. Mar den fielde er him dalik wer allenne en forlitten, fier sen de mensken, dy er sa faek bispot en ûtlake hie. O, it wier sa leech in him en om him. Neat hied er der er him oan fest halde koe. Hy wier allenne, poer allenne.

Do miende er sîn langforstoarne earme lyende mem foar him to sjen, lik as se faek foar him stie en sei: „Ja Sape, der is in forjilding, in inerlike wiere; it ûterlike is mar skin.” Do wier 't as er fen in heilige frese oangript waerd. En Sape bigûn to bidden, sa lik as er 't sont sîn bernetiid net mear dien hie. Mei gauens hearde er neat mear fen de hirde win, en 't kreakjen fen de spierren; hy krike de waermte en foel in 'e sliep.

---

## XV. Ho 't allegaerre útroan.

Bartele hie lang sa'n restige nacht net as Sape. Hy wier niunkelitsen op bed gien in 't herntsje twisken 't milhus en 't bûthûs; mar al hied er net fen 'e streek west trôch it akelik haestich ût-ein fen Hans Fetses, al hied dat by sines net in hele bulte drokte en biweging jown; al hie sîn hiele ald hûs net sködde fen de hirde win, dat de kalkstikken hast sonder twiskenpoas op 'e souder boppe him delsoelen: Bartele scoe doch net sliepe kend ha. It leste binaude kreunen fen Hans wier 't net dat him tofölle bystie, mar hy hie 't mei Sape to dwaen. Twisken 't freeslik aljen en 't fluitsjend gûlen fen de winskoerren in wier 't as him, der efter ût sîn lan wei, it help-röppen fen Sape in de earen klonk. En al wier 't ek dat de swerveling in 't needwaer, trôch in wonder fen Gods bermher-tigens biwarre bleau, hy, Bartele, bleau derom doch in moard-

ner. Nea in sin hiele libben hie de lichtsinnige fryselseler hwet ûtfierd, dat in de fierste fierde mei dit gruwelstik forgelike wirde koe.

»O God! wës my earme sonder genadich!“ rop Bartele, wils 't er freeslike kjel oerein sprong, do er in ougrislike plof en in biuster gerattel en geraes fen hûspannen boppe him hearde. De manliu, dy by Maryke en in pear bûrfrouliu in 't milhûs sieten, roanen ta de doar út en kamen werom mei de tinge dat de houten skoarstien fen 't milhûs fen böppen waid wier. For Bartele klonk dy plof en dat geraes as in stemme fen de himelske geriuchtichheid, dy op him forbolgen wier.

De bui bidarre wer en 't waerd stilder. Do hearde Bartele mei gauens wer in stik of trye frouliu by sines in kommen, dy ek ris sjen scoene ho 't der allegearre wier. Der hearde er ien bikend lûd by: dat wie Sape Maike. En it ging de man trôch alles hinne, it wier as er dwars trôch 't bed hinne sinke scoe, ja, krekt as er in ienen stearre scoe: do er Maike nei hiar man freegjen hearde.

De fyanskip twisken Sape en Bartele wier Maike altiid biuster in 'e wei, lang net allenne just omdat Franke en Maryke 't sa iens wieren, — derom wier se de neimiddeis sa bliid as in Engel, do Sape mei de fieldwachter nei Bartelles ging. Hia begriep wol, dat hiar man dat net dien hie, as er net witten hie, dat Bartele fen hûs wier, mar »men koe doch net ris witte hwer 't goed for wie.“ En do Sape de hele jûn weibleau, do tocht se net oars as de twa alde stive höllen scoene 't mei elkoar iens worden wêse om to forjitten hwet foarby wier en elkoar de han te jaen op friûnskip. Hia wier der sa mei in 't skik, dat er moast thûs al in biusteren forlet komd wêse, of hwet hiel bütewentichs bard ha, ear 't hia der ta oergien wier om Sape thûs to heljen. For 't biredden fen de ky hie se by de feste arbeider yet in melkster komme litten.

Hia kaem der de jûns by Bartelles just ek net om hiar man thûs to heljen, mar út bûrskip en dielnimming in de omstannich-

heden, dy se der hiene, en om ris to hearren en to sjen ho 't allegearre tagien wier en nou stie. Doch koe se net litte, do se efkes sitten hie, to freegjen: as Sape yet in 't bùthùs wier.

»Och heden! is Sape yet net thûs?“ sei Maryke, dy kjel waerd sen Maike hiar frage.

»Thûs? — Né! ik tocht dat er hier wier.“

»Wel né! hy is neimidei dalik hier wei gien op 't lits pleatske ta, der woed er krûden weihelje for ûs sike kou.“

Do koe Bartele, dy dat allegearre wird foar wird klear foarstie, it net mear hirde. Hy sprong fen it bed en mei in freeslike rare roue stemme, rop er: »Lieave God! for ûs sike kou?! — Och hwet ben ik in ellendeling! Min lieave mensken! Sape scil net libben wer thûs komme; hy mat forongelokje bij sök waer.“

»Dat leau 'k ek,“ sei Ealse Prop droech wei; »by tsiuster oer de snie benne de sleatten net to myen. En der komt yet hwet by: do ik juns ticht oan 'e bûrren ta wier mei de tröch, hab ik sioen dat dy esel fen in fieldwachter dy planke oer de opfeart der wei helle. Dat wier ek al raer dwaen.“

Krekt wils 't er dat sei kaem er ien in, dat wier de fieldwachter, dy scoe yet ris sjen hwet wijs te worden ten Hans Fetses en de dokteresse. Hy hearde hwet Ealse sei, en hy smiet der boppe op: »Dat hab ik net op min eigen manneboet dien! Bartele het er my ta forsocht en ik koed er in healghue aan forstienje; der mei men in disse tiid wol hwet om dwaen.“

Do seagen se Bartele allegearre forbaesd oan, en Maike rop ut: »Och heden! den is min man in 't gefaer fen sin libben en wy sitte hier mar by elkoar. Help him doch, och! help him! hwet scil ik oanfange?“

Hia swigen allegearre stil en bleauen sitten. Maike jammere wer: »Hioed benne jimme tröch 't needwaer swalke om in stûr mannich to forstienjen! nou hinget er in minskelibben oan. Help him doch! Sids mar hwet jimme ha wölle. Alles kenne jimme krye; help him den doch!“

Do se yet allegeerde stilswigen naeni Japik Setboer it wird en

sei : »Maike , bidarje mar in bitje en betink jo eskes. Al gingen wy allegearre der nou op ût , wy koene doch neat bigjinne hy tsiuster oer de snie.”

»Ne,” sei in oar, »der scoene yet mear ongelökken komme.”

»Bûten dat,” sei Japik, »ken ’t best wêse, dat de boer wol feilich onder dak is by de iene boer of de oare. En as dat al sa net ris wier; den scoe ús siikjen nou doch net bate kenne. Moarnier, sa gau as ’t daget ben ik er foar om er op ût to gean. Ik hab wol hope dat Sape in feilich plak socht het.”

»Nou,” sei Ealse, ” moarnier wol ik wol mei jo.”

»Ik ek wol,” sei de fieldwachter.

»Goed !” sei Japik, »dat halde wy den for ouspritsen.”

Bartele wier onderwiles wer op bed gien, mar ’t sliepen woe net. As er al ris in ’e slom rekke, den skrilde er by elke hirde wînskoer wer to wekker. It folk sakke niunkelitsen ou, en Maryke ging ek to rest.

Ho ’t Maike dy nacht —de freeslikste fen hiar libben, tröchbrochte, der is gjin tinkbield oer to meitsen. Japik stelde foar om mei hiar to gean en in hiar huis to sliepen, — en hia hie der net tsjin , om ’e bisten en ’t hiele spil; hia for hiar sels hie wol graech allenne wêse wollen mei hiar kommer en — mei God !

De oare moarns sa gau as ’t mar eskes skimere, ging Japik en yet in stik trye fioner oaren op in paed om Sape to siikjen. It waer wier bidarre, it hie wat fersen, sa wier der in hirde korste oer de snie komd, der se mei elke stap tröch trapen. Om dalik by de sleatten lans to gean, dat achten se net riedsum. Foarearst waerd dat blin siikjen, hwent alles siet sliucht föl snie, as de man forongelokke wier, den wier er onder de snie bijage, en hia scoene lang siikje kenne ear se him hiene. Bûtendat wier ’t ek better , tochte Japik, om earst ris by de neiste boeren to sjen, en as er der net wier , — den yet ek ris op ’t lits pleatske.

’t Lit him wol bigripe dat dy liu oan ’t praten rekken oer Bartele. Hia hiene ’t de foarige jüns wol oan him sioen ho’n swier pak er to dragen hie ; mar meilyen hiene se net mei him hawn,

hwent hia hiene allegearre sîn menear fen dwaen skandalich fûn.  
 »En dat dy fromme man l' se er ien, »dy elk en ien toriuchte  
 wise mat en dy op snein net lye wol dat er in knoop oan sîn  
 broek set wirdt. Nou siugge wy hwet er in him sit. Mar de  
 Heare, dy him loslitten het, of sîn boase sondige natûr scille de  
 skild wol krye."

»Nou," sei in oar, »de fromme Bartele en de frymitseler tsjin  
 elkoar oer, dat is de hotte mei de file."

»Ja," sei Japik, »hiene wy se mar tsjin elkoar oar. 't Ken ek  
 best sa útkomme, dat wy de frymitseler net libben wer siugge."

By twa boeren hiene se al frege, mar dy wisten fen neat;  
 Japik sei: »Wy matte mar ris nei 't lits pleatske en as er der  
 net is, den ben 'k er ou."

Oan 'e kûten ta tröch de snie moasten se faek wadsje, oer  
 hulten en bulten, oer hichten en lichten dy se net sjen koene,  
 sa roan it biustere swier. Hia kamen op 't lits pleatske; Japik  
 wist wol ho 't er der in komme moast; hy die de oaren de doar  
 op, en do gingen se mei 'n oar it hûs tröch. Hia kamen al  
 gau in 'e skûrre en . . . »Der leit er!" sei de fieldwachter.

»En hy libbet ek," sei Japik, dy him snorkjen hearde.

Sape waerd wekker fen dat praten; hy sloech de eagen op en  
 sei: »Ja, ik libje, mar 'k ha pine in de hölle en de lea benne  
 my swier; 'k ha de koarts hawn." — Hy sei dat sa onforskillich  
 krekt as er thûs op bed lai en der neat bard wier. Mar do er  
 hwet better ta him sels kaem brocht er him alles fen de foarige  
 jûns to binnen. Do kaem er heal oerein en sei tsjin de man-  
 nen dy om 'him hinne stiene; »Ja, ik hab in libbensgefaer wêst,  
 jow my allegearre de han! — jimme hiene my ek wol dea fine  
 kennen. — O heden!" rop er út, »dat is genade! dat is gelök!  
 dat is lieafde! As in onskildich bern hab ik hier lein en alle  
 eangst en hinaudheid forsliepe kend, ta 't de redders my wekker  
 makken mei de útröp: »Hy libbet!"

De manliu wieren allegearre oandien. Do Sape hiar mei korte  
 werden forhelle hie ho 't mei him gien wier, do sei Japik:

»Den benne jy nedich in oar plak. Hark ris mannen! in pear fen jimme moosten mar gau nei de neiste boer, en siugge om in hinser en sliptroch to kryen; ik scil ris sjen as hier yet net hwet ald hout to finen is, den matte wy in 'e keamer hwet fiür oan meitse, 't is hier oars to kald.”

De fieldwachter en Ealse Prop rekken foart om in troch, en Sape siet al ridlik gau in 'e hoeke by in goed barnend houtsiür. Hy hie net allenne dy freeslike nacht tröchslept as in bern onder 't swier waer, mar al wier er nou alhiel ta him sels, hy kaem sin helpers doch hast as in bern foar, sa wier er der mei in 't skik, dat er safölle goede mensken om him hinne seach.

It fiür die him goed, mar hy fielde doch, dat er lang net wier sa 't er hearde; dat swalkjen tröch it onwaer en dat sliepen in de wiete klean siet him in 'e lea.

In foech healüre hie 't sahwetdürre, ko kamen se der oan mei in hinser en troch en der kaem Sape in mei in goed rest hea en strie om him hinne. It wier bidaerd helder waer, de sinne kaem er tröch en hy wier bliid, dat er de bläue löft wer seach. Do se al mei de tiid niunken Bartele opfeart kamen en Sape de steger fen dy planke in 't each krig, do sei er: »Der hab ik gesaerlik west, as 'k net sa'n pealtsje gripe kend hie, den leau 'k siker, dat 'k er net wer ut komd wier. Ik tocht net oars, as dat ik by de planke tröchstapt wier, mar as 'k my goed bitink, der het my gjin planke in 'e wei west.”

»Dat leau 'k wol,” sei in arbeider, »Bartele hie de planke der wei helje littten.”

»Hie Bartele de planke der wei helje littten?”

Japik knip-eage de arbeider ta om net mear derfen to sidsen, mar hy bearde dat er 't net mirk en prate mar foart: »Ja, dat jy sa nei oan 'e dead west ha, der hie Bartele de measte skild oan.”

»Nou,” sei Ealse, »ik ha fen 'e moarn heard, Bartele wier to nacht siik wirden; den het er dat er for.”

Sape halde 'm earst stil; do sei er: »Ik hie ek in ourekken nedich,

om genesen to worden fen leauensearmoed en min libjen sonder hope. Sa giet it as men God noch mensken bitrout." — Hy jowch in biskriuwing fen de tastand fen sa'n menske, dat it sin selskipsluu der kuld fen tröch de lea gäng; hia hiene net tocht dat de frymitseler sa prate koe. »O," sei er, »it libben is earst swiet as men diel het aan de genadedis fen de Iwige. Hioed is 't my wer to moed lik as 't my as bern wier op moaye sneintomoarnen. Alles in 't rûnom is sa stil en sa heilich feestlik, dat it sonde en skande wêse scoe yet fen hate en fyandskip to praten op disse moaye hearlike dei. De lieafde het hiar ommers sa great en machtich toand, en dat is ek út Bartele sin dwaen foartkomd. O, dat eagenblik, do 'k jimme der in 'e skûrre allegearre hölle aan hölle om my hinne stean seach, — dat is net to diûr kocht mei de eangstme dy 'k jisterjûn tröchstien ha. Leau my friûnen, dat wier 't hearlikste eagenblik fen min libben. Derom tink oer Bartele net to hird. Wy beide habbe ús sels boppe oaren achte: nou het in heger macht ús tröch ús sels sjen littin, hwa 't wy benne. Wy allegearre wolle elkoar de han tarikke op disse hearlike dei, en God fen herten tankje foar alle goed en kwea, dat nei fortsienste ús oerkaem."

Do Sape wer swige wieren se ticht aan 'e bûrren ta en Maike kaem hiar al gau to miette rennen. — Dat wier in wersjen! twisken dy twa bijierre mensken. 't Foel Sape do net swier om út de troch oerein to kommen en Maike de han to jaen. Hia seyen in in hele poas gjin wird en doch forstiene se elkoar nou better as foarhinne wol.

Né, dat wier net mear dy selde wrald, dy Sape juster forlitten hie; dit wieren friûnliker gölhertiger gesichten. Alles — alles wier foroare.

Do Sape hearde dat Bartele danich bûten order wier, woed er der dalik hinne brocht wirde: hy sei: »Wy matte yet mei 'n oar prate en elkoar de hinnen jaen." Mar dokter kearde dat tsjin omdat er sorch hie dat se hiar beide tofölle oerstiûr bringe scoene.

Bartele wier in wierheid tige siik warden. Hans Fetses lik moast de moarns sa gau as 't in 't fet lai nei sin eigen hûs tabrocht wirde, om dat de aldboer sôkke hirde koartsen hie, dat er neat gjin gespûs aan 'e hölle forneare koe, Twa dagen lai er bûten kennis of oars den dwille er alderfreeslikst, en den like er 't jimmer mei de frymitseler to dwaen to habben. Den seach er Sape in de holle opfeart, in 't midden fen snie en wetter mei de dead wirsteljen, om help röppen en in de djiepte weisinken. En den hearde er de divel freegjen nei de man dy Sape foarmoarde hie, om dy oan gleane keattingen fest to smeyen; en den skreaude er: »Ik ben de man! Ik! ik!«

Doue dy onderwiles wer thûs komd wier, siet jimmeroan foar sin heite bed, om to wachtsjen op in amery dat de man ris eskes by sin forstan komme scoe; den woed er heit sin bidriuw kwea bikenne en him om forjeffenis derfor freegje. Mar dy eagenblikken kamen selde, en den hie de skildige soan de moed net om de mûle iepen to dwaen.

Bartele Doue wier eigenlik gjin hirde kerel, mar hy wier forhirde tröch de omstannichheden. Hy wier werom komd om op in fatsoenlike menear ouskie to nimmen fen heit en sin sister, mar do er in 'e herberge fortellen hearde hwet er bard wier en ho 't mei heit stie, do roan er nei hûs, sa hird, dat men tinkë scoene, it wier onmogelik om onderwiles satölle to tinken en te onderfinen as hy tocht en onderfûn. Earst kaem er ontsteld in 'e keamer rennen, der heit lai, mar ek dahik ging er werom om it meinomde jild, dat him as fiûr barnde, op sin plak werom to bringen. Der ontdiek er ta sin greate ontsteltenisse dat sin brief, dy him nou divelswirk taskînde to wesen, — al fen heit fûn wier. Hy weage it nauerneed wer in 'e keamer to kommen, en 't moaide him siker net dat heit him net ienris opmirk.

Sa siet nou de greathertige dwarstriedrige soan, onrestich triljend as, in misdediger foar 't bed fen de slomjende riuchter, En doch hied er him net graech op in oar plak winske.

Gjin ongelök leit sa swier op 't hert fen in menske as hûsliko

onfrede. Alle aanhearrigen matte der onder lye , de skildige en de onskildige. Earst as der ien op sijn deabed leit , fielt de oare de lest dûbeld , en sa'n ien het swierder pak , as immen dy krekt sa de leste sike hearde fen dejinge dy him onder alle mensken de lieafste wier.

Doue woe sa graech sijn heit in greate deugd dien ha , — of ek mar in litse tsienst. Hy hied er wirk mei om yet restich en bidaerd to bliuwen. Soms sei er tsjin him sels : »Hy haldt net fen my !” En alles hwet er him to binnen brocht út it libben sonder wille , dat heit en hy to gearre hawn hiene, rop him ta : »Dou hest net fortsiene dat er fen dy haldt. Alle reden en hannelwisen fen heit , dy him hird plichten foar to kommen , kamen him nou foar as de natûrlike utering fen sijn heitelieafde en sorchfaldigens. »Och !” sei er in him sels , »hwet is Maryke lökkich , dat hia útreoste en slomje en alles forgitte ken. Hia het hiar sels neat to forwiten , al het se fölle swierrichheid hawn ; mar ik ! — heit , wy matte sa net fen elkoar skiede ; wy matte insoene.”

De leste wurden sei Doue lûd , dat de slömjende heit de eagen opsloech. »Insoene ,” sei er mei in swak lûd , »ik scil neat in to skikken ha , — de frymitseler — mar 'k wol doch wol hearre hwet dominy der fen seit.”

Maryke , dy net fölle rest krike , wier nei iten op 'e stoel In 'e sliep fallen sa fest , dat se Doue net mirken hie. Mar do se heite lûd hearde skrilde se to wekker , en sonder earst hiar bliidskip oer Doue út to sprekken , frege se : »Hwet seit er ? mat dominy komme ? Nou dat mei wol , oars frees ik dat it to let wêse koe.”

»Hwet sei dokter der fen ?” frege Doue.

»Dokter het hier hioed yet net west ; hy is fen 'e moarn nei búten út helle.”

Hia ging nei 't bed en frege heit , as er ha woe , dat se dominy hellen. Der sei er neat op.

»Ho is 't nou mei heit ?”

»Dat wit ik net.”

In poas wieren se allegeare stil; do sei Bartele: Doue moast dominy mar helje. Doue ging der dalik om út en 't dûrre net lang of dominy wier der al, en wiles wier dokter ek komd.

»Ho stiet it?" sei dominy.

Dokter loek oan 'e skouders en sei: »Ik leau 't is sa fier hinne dat jy er mear oan dwaen kenne as ik."

»Ja sa giet it," sei dominy skerp (hwent dokter wier ek al sa'n heale frygeast). »Allenne de bitsienners fen de godstsienst kenne de mensken forlichtsje en opriuchtsje in de leste bangste ure, as de boase forsiker him yet ienkear mei alle gewelt oankampet, den siucht men in hwet wy benne en hwet wy kenne; den fielt men dat allenne it libbene wird Gods de mensken wiere treast en lôk oanbringe ken."

Bartele, dy alle warden hearde en forstie, wier al oerein komd, ear 't Doue, dy oars al tagripte, him helpe koe. Do dominy stil swige, sei de alde weamoedich: »Ja, immen dy nea fen 't goed paed ourekke is, ken mei goede moed de hölle dellidse; mar men rekket sa licht fortise in 't tîdelike,— men ken ien net for alles mye, en den is 't gelove skriklik!"

»Skriklik?" fregen dominy en dokter beide forbaesd.

»Lit my sa mar sitte, ik ken 't wol úthalde," sei Bartele, do Maryke him yet in keassen eter de rech dwaen woe. Do sei er tsjin dominy: »'t Is my altiid bybliuwn, dat ús ald dominy, do ik as grote jonge ging to fragelearen, ús ris forhelle het fen 't leste oardiel, fen de basunen, fen de divels, fen 't jammerjen en kleyen. Jy witte 't wol ho dat allegearre is en wêse scil." De sike man sloech risboskjend de hinnen foar de eagen; en nei in poaske swyen sei er wer. »It wier ougrislik, gruwelik; ik ha faek winske, as 'k der om tocht, dat ik in skiep wier; dat het gjin siele en mei de dead is alles út. Der ben ik wol om útlake, mar och heden! it wier my wol inmoed. Sa'n stom dier, dat neat fen de iwichheid wit, het in nochlik libben. It ken op sín menear sín sin en wille folgje, hwent neat is him sonde. In menske mat altiid op sín hoede wêse ho 't er libbet en hwet er

docht. Ik hie lökkich libje kennen sonder gelove. As ik min hert in sin opfolge hie, den stie de frymitselers wiif nou foar min bed en alles — alles wier den hiel oars."

»Och heden, de man dwilet," sei dominy. »Hwet het it gelove mei de frouliu to meitsen?"

Bartele sei: »Dat ha jy my wol ris út 'n oar set, do 'k yet fynt wier. »Jy wisten my to bitsiutten dat min lieafde sondich wier."

»Is dat wier?" sei dokter glimkjend.

»Ja, dat is wier," sei dominy. »Sin heit wier in riucht from man en hie hier in 't dorp fölle to sidsen; en dy hie in oar sin as hy, do hy nei 'n wiif omseach. Nou seit de wet des Heeren: Eert uwen vader en . . .".

»Den dwilet dy goede man doch net!" sei dokter finnich.

»Bartele sei: »En do ik min flesk krüsge hie, en strang wirden wier, strang oer my sels en oaren, en min bern foarhalde woe hwet my foarhaldene wier, do hab ik faek in striid hawn en man nich kear het it sondige hert trille en huvere. Sape het onderwiles mei Maike lökkich wést en wille fen 't libben hawn."

»As in heiden," sei dominy.

»Hy is doch sa ondogens net as ik," sei Bartele, jimmer helderder. »Hy is gjin . . . Ik hab him ombringe wold, wils 't hy in 'e skrep wier om my goed to dwaen. Ik hab tröch min stivens en hirdens min jonge op forkearde wegen driuwn; ik hab . . .

»O heit!" rop Doue, wils 't er in triennen útborst, »forjít en forjow! Ik ben in dogeneat in hertloase; mar it scil oars wirde. Rik my de han ta, heit, en neat mear scil der him twisken us stelle."

»De man wint him tofölle op," sei dominy, »'t Is best dat ik in poaske allenne by him ben, om him fen 't tidlike op 't iwighe to bringen."

Dokter sei mei 'n lübishaftich glimke: »It döcht him doch goed dat er him ris útpraet."

»Ja dat döcht my wonderlik goed," sei Bartele, wils 't er oue han stiif beet halde. »Lit us doch yet in frede skiede.

În disse dagen hab ik miend dy fier foart, in need en ellende to sjen. Dat wier mar droomjen en dwijlen. Nou earst ben ik wekker en helder — freeslike helder. It hiele moaye bliere libben mei alle forsmaedde en bikampe lieaven en goeden omjowt my en knelt my. Greate God ! forjow my alle sondige oertinkings. Döch jo riucht, ik hab my sels de wrald ta in hel makke, ik!"

Sa hiene se Bartele nea earder praten heard. Nou likwol skinde sin kreft in ienen wei to wesen. Oumatte sichde er esteroer in 't keassen en die de eagen ta."

»Seil ik yet ris for jo bidde?" frege dominy.

»Dat kenne jy thûs wol dwaen," sei Bartele. »Jy witte nou ho 't mei my stiet."

Dominy en dokter gingen togearre ta de doar út. »Scoe 't yet hwet dûrje kenne mei him?" frege dominy.

»Net malle lange lang. Hy het him niis tige formanne ; mar 't giet for 't lest."

Do dominy allenne wier sei er by him sels : »Goede ginst ! al in great tritich jier ha 'k hier nou stien, mar yet nea is in menske my sa ontsketten as disse Bartele , dy ik sa hiel end al miende to kennen en to bihearskjen."

De oare moarns waerd er to Jinsenbürren in deade bilet, en 't waerd al gau trôch de omstreken forkondige, dat Bartele Doues forstoarn wier. For Hans Fetses wier der net let, de bern koe 't neat skele en oare liu yet minder. Mar for de rike Bartele moast er tige let wirde en do 't dien wier kriegen de bürmannen in de herberge koffi mei in fean dimter koeke. En ho 't nou mei sin siele stoe, der hienen de liu 't ek al mei to dwaen. Hy hie in sin leste eagenblikken sök wonderlik praet hawn, en hy hie net ienris ha wollen dat dominy for him bidde : dat liu dy 't fier in de genade brocht hiene, wieren der huverich onder as de man wol goed weircisge wier.

Maryke kaem hwet fen dy praetsjes to hearen, en dat wier hiar sa in 'e wei, dat se net mear forsweye koe, hwet Doue en hia oars oupraet hiene, dat se 't for hiar sels halde scoene.

Oan in stik of trye bûrfrouliu, dy ris etkes by hiar seagen, forhelle se : »Ik hie al faker as ienris in menske steарren sioen, mar yet nea wier de dead my minder ongrislik foarkomd as disse leste kear.“ Ja, hiar leed en roue waerd er tröch forlichte, as se bitochte ho graech hiar heit steарre woe en ho nochlik er weireisge wier.“

»Ja,“ sei Sape Maike, »ik wit wol hwetste sidse wotte, Maryke en ik ben bliid, datste derfen bigjinst. Elk en ien mei it wol witte, hwent er is hwet út to learen. Elke bern in Jinsenbûrren wit it ho 't Sape en Bartele tsjin elkoar oer stiene. Mar Godtank, hia benne as friünen skaet; jisterjün habbe se elkoar forjown. Dokter woe net ha, dat se by elkoar kamen, omt er sorch hie dat it for hiar beide neidelich wêse scoe; hiene wy sîn sin dien, den hiene hia elkoar net wer koud to sjen. Mar nou tankje wy God, dat wy oan de winsk fen de beide mannen in stilte foldien ha. Jimme kenne 't net leue ho great en hearlik as 't wier, do wy Sape hier hinne brocht hiene. Langer as in üre habbe hia to gearre west. Hwet hia praten ha, dat wit ik net, mar hia benne wol to moed fen elkoar skaet, howol mei triennen in 'e eagen.“

Franke, dy komd wier om de deade ek yet ris to sjen, stie in in hoeke, mar hy hoeerde onder 't leste praten fen de frouliu net read om 'e hölle wirden to habben, hwent Maryke tocht er in 'e fierde net om, om ek to fortellen, ho 't heit ek Frankes en hiar hannon in elkoarlein, en hiar to gearre de segen des Heeren tawinske hie. Mei swiete wille tocht de jongfaem aan dat wichtige eagenblik, do se sei: »Nimmen tocht om steарren as wollicht heit sels. Hij sei: »Nou ben ik mei de wrald in 't lik en yet nea het it my sa wol west as nou.“ Wy moasten him mar ellenne litte, sei er, de tid scoe him net lang falle; in libben lik as sines joweh folle to neitinken, en neat wier treastliker as bikenne ta meyen, ho lieafdesfol God de swakke menske tröch goed en kwea ta omtinken brocht. Al wier der man nich dei, ja manich jier forlein gien, men moasten ien treastje, hwent net aflegeare koene de selde wei gean en ek in de leste

ûre naem de rike goede God arbeiders in sin wingerd oan."

Dat wieren Bartelis leste wîrden west, de moarns hie Maryke, do se al hwet let op kaem, him dea op bed fûn. Dat Sape by him west hie, hiene se earst stil halden om dokter, mar hwerom scoene se 't goede forswye? it forkearde wier doch net mear oars to kryen. Sape hie ek sein, forhelle Maike yet: Bartele wier goed stoarn. It hie winsklik west, dat it hele dorp, friûnen en fyannen, sioen hiene, ho'n goede seafte man it wiér, sa gau de kalde iiskorste foart wier dy him foarhinne altiid omjowch en hindere. »Sa het Sape sein, en — der mei nou út foartkomme hwet wol, — ik woe wol dat alle liu, dy Bartele kend habbe, dit to witten kamen.»

Dy winsk kaem natûrlik gau nei, en do earst bigûnen de liu de beide mannen, der in de leste dagen safolle oer praten wier iu bitsje better mei forstan to bioardieljen. Ont nou ta hie 't gled onmogelik like, dat dy twa 't mei 'n oar iens wirde koene, en hiar inforsoeing ging in 't bigjin for in net to forklearjeu skiednis, in wonder út wonders ontstien. Mar al gau waerd er sein. dat wonder wier de menske sels, mei sin leafjen en hoopjen: Ja, in hopen moasten dokter meistemme as er sei: »God makket de mensken, krekt as alles, sa goed en folslein, dat er nea mei wonders oan 't byhelpen hoeft.»

De iensfâldige frômme wifkes likwol woene hiar it wonder net ouprate litte, hwet ek alle bilêsene liu mei elkoar der tsjin inbringe mochten. Hia wisten wol net fölle grûnen by to bringen mar just derom wier alles in wonder.

Bartelis bigrafenisze wier de greatste en omslachtichste dy men sint menskegehûch in Jinsenbûrren sioen hiene. Dominy halde gjin oanspraak by de kiste; hy sei sen esteren dat er der gjin 'opge wektheid' ta hawn hie, omt er net wiste ho 't er oer Bartele tinke moast. Likwol naem elk in goede learinge mei nei hûs.

Sape Stekbetel wier sint dy tiip in hiel oar man; hy libbe mei alle mensken in frede en friûnskip. As er immen by him kaem om rie of help, dy waerd nea net mei hwet ouwaide praetsjes ou-

skipe. Elk fielde him nöchlik by dy liu, in hwaens hüs safölle lök en frede wenne, dat it hele dorp der winst mei dwaen koe. Al kaem immen der mar allenne om in liddige ure by de goede man tröch to bringen, hy gäng er altiid fleuriger, better en riker wer wei. En sa bilibbe ek Sape sels, op sijn hege jierren yet in lange rige sen nochlike dagen.

Dominy Stekelband oerlibbe Bartele Doues gjin lange jierren. In sin plak kriegen se to Jinsenbürren in jonge flinke man, krekt ien as se der nedich ha moosten. In 't bigjin wier 't grif sijn moaye en foar elk bigriplike trant sen preekjen hwermei er de mensken triek. 't Kaem sommige liu earst wol hwet freamd en ny foar, mar aan rikdom went men ien gauer as aan earmoed. Mar reden fen in man mei gelove en lieafde, dy him sels allenne for in wirkthüg fen heger macht bisköget, bisteane net in kleare bare folksbihagery; hia benne de utering fen in goed hert dy oeral, in sted en dorp, in goede herten ingong fint, en sawol forstanliu as gemoeds-mensken wiser en better makket.

Hwa foar in twyntich jier in Jinsenbürren bikend wier en der nou komt, scil 't der ek al danich foroare fine. Dat er in nye pünwei tröch rent en der forskate nye en fornyde husen komd benne, dat ken er dalik sjen; mar as er in 'e herberge oansteekt en der hwet sit to praten, den scille de jonge kastlein en kastleinske him fortelle, dat de mensken der ek in boel foroare benne sont se disse dominy hawn ha. Alde fyannen dy mei stive höllen dwars tsjin elkoar opgängen, ho hird se ek mei dead en divel drige waerden, benne inforsoend, allenne tröch dat dominy der sa goed slach fen het om de mensken it riuchte oan to praten. Frommen en godloasen wirde net mear mei de finger oanwiisd, en gehispel oer forborgheden des geloofs heart men selde mear. Foarhinne wieren der goeds dy safölle mei geastlike dingen to dwaen hiene, dat de tidelike hiar gjin oandacht wirdich wieren, hwertröch se slof en lui waerden en hiar sels en hiar sibben ta earmoed brochten. Oaren mimeren en hersenskraben sa fel oer onbigriplike learstelsels, dat se hiar sels de hölle oerstiür brochten

en nei 't gekkehûs ta moasten. Ik hab sen beiden wol goeds kend. — Mar der heart men nou in Jinsenbûrren net mear fen.

Freget men, ho ken in dominy safclle foroaring in in dorp toweli bringe, den wit nimmen der fölle sen to sidsen as : »Den matte jy him mar ris preekjen hearre; hy mient nimmen en hy treft alle mensken. Jimmer en oeral döcht er hwet er dwaen mat, net mear en minder; den komt it oare fensels.”

Kort nei de dead sen Bartele skreau Liuwe kastleins Griet aan hiar heit, dat nimmen fen plan wier om by him in Amerika te kommen. Hia kriegen tiding werom dat hy dy brief net leesen hie, hy wier just earder stoarn as de brief oankomd wier. De kastleinske wier fen dy tingे fölle mear oerstiùr as men foarhinne tinke scoene, as men hiar oer hiar man praten hearde. Mar as se alles goed bitocht moast se doch sidse, dat it forien ding goed wier: nou wier der fölle minder kans dat ien sen hiar bern in 't sin krye scoe om nei Amerika to gean.

Jan skearder waerd ald en minder, mar hy woe yet altiid graech de *Heraut* en sök soarte fen kranten lèse, as er se mar bikomme koe. Do de nye dominy earst to Jinsenbûrren wier socht Jan ek al gau otus en totus by him to wirden, en om dat klear to spiljen died er dominy in ougrislik forhael fen it jünselskip dat in de herberge halden waerd. sahwet onder lieding fen Japik en Franke. Der waerden de mensken alhiel end al ta wraldstienners makke, sei Jan, en 't alte wiere gelove waerd in minachting brocht. Derom scoe 't wol goed wêse, dat dat spil ris mei kreit tsjingien en mei geweld utroege waerd. — Dominy lake der ris om en sei: »It alte wiere gelove het net mei geweld de oerhan krike oer de foarsten der ierde, en 't scoe in min teiken wêse, as 't him nou mei geweld steande halde moast. It stiet my wol oan, dat hier mensken benne der 'k mei prate ken oer hwet oars as hinsers en ky.” — Der koe Jan skearder mei hinne geann.

It earste en foarnaemste feest, dat er in dy dagen to Jinsenbûrren halden waerd, wier de brilloft fen Franke en Maryke

Alle tafels in 'e greate jachtweide fen de herberge wieren, biset en 't lits keamerke der yet by; hwent hele Jinsenbürren kaem der sahwet by to pas. Allenne Jan skearder, "dy oars by alle kat-filderyen sahwet poathalder wier, en op brilloften graech in lang geastlik rīmstik foarlēse woe, — waerd by disse brilloft mist. — Hy fielde sels dat sin tiid foarby wier, hy siet in 'e hūs to prūlen wils 't it hele dorp feestfierde. Hy waerd der in 'e herberge net bysonder mist, hwent fen lange rimen en fen eigenwize praetsjes hiene se gjin lorlet. Elk wier der frolik en fry en die graech sin best om fleur in 't selskip to bringen. Bartele Doue en Griet wieren breggeman- en breidsbroer en sister; hia pasten tige op ho 't alles op nei alde feste wisansies taging, hwent siuch: as men dat sahwet foar 't forstan hiene, den hoesde men letter in oar der net safölle nei to freegjen. Lökkich en stil siet Frankes goede mem nest Sape aan 'e boppe-ein fen de tafel by de jonge liu. Hia wier bliid to moed en der great op dat Franke en Maryke safölle goede friūnen hiene, en hia koed er bywilen ek oandien onder wirde. Al hiar hoopjen en winskjen wier nou foldien. Dit feest wier net allenne for hiar en hiar sibben in feest fen lieafde en inforsoening, mar ek for alle dorpsliu. Dy hiar it neist en dierberst wieren, waerden fen alle mensken heechachte, — en hia fortsiennen dat. Hosölle oars wier 't nou allegearre as do Sape en hia as breggeman en breid nest elkoar sieten. Al hwet se sint dy tiid tröchlibbe hie moast se hiar wer to binnen bringe, en fen alles hwet er onder de briloftsgasten, mei grappen en laitsen, forhannele waerd, like hia net fölle to hearren. Der kamen segenwinsken by de fleet en Sape spile derin net swak by.

--

En nou nimme wy ouskie fen ûs friūnen en bikenden. For hiar scille ek foartoan frolike en treurige dagen elkoar wol ouwikselje, mar hia swersje net mear ienlik om op in onsesfe grün midden onder de mensken. Hier libje, lieafje en arbeidsje hia. Gjin fen

allen wol mear ïn sîn hûs biside bliuwe om menskeskou to wirden. Elk foar oar wol graech sîn meimensken ïn alles diele litte en derby fiele se , as se field en bosk oersiugge , dat ek de hearststormwîn in sîke is for 't aansteande foarjier.

---